PHILOLOGIA FRISICA
ANNO 1990

LEZINGEN
FAN IT TOLFTE FILOLOGEKONGRES
17, 18, en 19 oktober 1990

FRYSKE AKADEMY - LJOUWERT - 1992

FRYSKE AKADEMY
BIBLETEEK
LJOUWERT

bib. I 2 - Phil / bis

PHILOLOGIA FRISICA

ANNO 1990

LEZINGEN
FAN IT TOLFTE FILOLOGEKONGRES
17, 18 en 19 oktober 1990

FRYSKE AKADEMY — LJOUWERT — 1992

IT TOLFTE
FRYSK FILOLOGEKONGRES

ORGANISEARRE TROCH DE FRYSKE AKADEMY OP
17, 18 en 19 oktober 1990

KONGRESFOARSITTER:
L.G. Jansma

DEIFOARSITTERS:
Y. Kuiper
J.F. Hoekstra
G. de Haan
J. Krolis
A. Feitsma
D. Gorter

TARIEDINGSKOMMISJE:
Ph.H. Breuker
D. Gorter
J.F. Hoekstra
L.G. Jansma
F.J. v.d. Kuip

Coulonhûs, Doelestrjitte 8, Ljouwert

Nr. 756

CIP-GEGEVENS KONINKLIJKE BIBLIOTHEEK, DEN HAAG

ISBN: 90-6171-756-6

© Fryske Akademy, Ljouwert, 1992

Fan dit boek mei neat fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopiearjen, it meitsjen fan mikrofilm of op hokker oare wize dan ek, sûnder dat de Fryske Akademy yn 't foar skriftlik tastimming jûn hat.

Foarsafier't it meitsjen fan kopyen út dizze útjefte tastien is op grûn fan artikel 16B Auteurswet 1912j, it Beslút fan 20 juny 1974, Stbl. 351, lykas wizige by it Beslút fan 23 augustus 1985, Stbl. 471 en artikel 17 Auteurswet 1912, moatte de dêrfoar wetlik ferskuldige fergoedingen foldien wurde oan de Stichting Reprorecht (Postbus 882, 1180 AW Amstelveen).
Foar it oernimmen fan part(en) út dizze útjeften yn blômlêzingen, readers en oare komplikaasjewurken (artikel 16 Auteurswet 1912) moat kontakt opnommen wurde mei de útjouwer.

Printe by Grafysk Bedriuw Fedde Dykstra b.v. - Ljouwert

YNHALD

	Side
Foarôf	7
Bremmer, R.H., Oer datearring, funksje en auteurskip fan de earste Fryske grammatika (1681)	9
Breuker, Ph.H., Hofkultuer yn Fryslân yn it ramt fan Kalvinisearring	33
Dyk, S., Aspekt en nomenynkorporaasje	49
Hoekstra, J., *In dei of trije*: Tusken leksikon en syntaksis	63
Penrose, J., Who are Frisian nationalists?	91
Tuinen, P.G. van, Swit of Swietrook	121
Visser, W., Ta de syllabifikaasje yn it Frysk	133
Werner, O., Komprimierung und Differenzierung in der Verbflexion des Westfriesischen	167
Wilts, O., Die Wikinger in Friesland	195

Foarôf

It tolfte Frysk Filologekongres wiek wat de opset oangiet yn in stikmannich dingen ôf fan wat oant dan ta wenst wie.

Wenst wie nammentlik dat in tema mei wat faria presintearre waard of in frij programma. De minsken dy't in referaat holden, wiene dêr allegearre yn it foar ta útnoege en de behannele ûnderwerpen leine út soarte op it mêd fan taal- en letterkunde, wol mei wat útstapkes nei skiednis en sosjale wittenskippen.

Foar it tolfte kongres binne ek sprekkers yn it foar útnoege, nammentlik dyjingen dy't in plenêre lêzing hâlde moasten, dêr't alle dagen mei úteinset waard. Fierder binne der minsken útnoege om in lêzing te hâlden oer it tema 'hofkultuer' en oer in ûnderwerp op it mêd fan de morfology. Oaren hawwe in frij paper ynstjoerd. Op basis fan seleksje fan de ynstjoerde papers is it programma fierder gearstald. Nei de plenêre lêzing folgen de earste beide kongresdagen twa parallelle sesjes, de iene mei in fêst tema (hofkultuer en morfology) en de oare mei mear ferskaat. Op de tredde dei wie in algemien programma.

Sa waard it mooglik mear minsken de gelegenheid te bieden om harren ûndersyksresultaten te presintearjen, mar teffens koe de taharkers in tige fariearre programma foarlein wurde. Resultaat fan ús krewearjen hat west dat net allinne de taal- en letterkunde oan bar komme koene, mar dat de skiednis en de sosjale wittenskippen ek aardich fertsjintwurdige wiene. It tal minsken dat diskear foar it buordsje west hat, wie grutter as ea.

It doel wie om nei ôfrin fan it kongres in bondel gear te stallen en dat is wer lykas wenst wie. Ofwikend is lykwols, en soks wie yn it foar oan de sprekkers meidield, dat der in kar-út makke wurde soe út de lêzings. Wat hjir yn dizze bondel presintearre wurdt, is it resultaat fan dat seleksjeproses.

By it selektearjen hawwe twa kritearia wichtich west. Alderearst waard de prinsipe-ôfspraak makke om de trije plenêre lêzings op te nimmen yn de bondel. Oan de sprekkers dêrfan binne, dêr't dat nedich wie, opmerkings en suggestjes ta ferbettering trochdien. Sa koe yndied fan de plenêre lêzings in artikel fan foldwaande kwaliteit (it twadde kritearium) foar de bondel ta stân brocht wurde. Oare sprekkers dy't in paper presintearre hiene dat yn prinsipe foar opnimmen yn de beneaming kaam, hawwe, op grûn fan de opmerkings fan ús kant, har lêzing mear of minder omwurke. Ien en oar hat ta resultaat hân dat yn de bondel njoggen artikels opnommen wurde koene.

De doelstelling fan it tolfte kongres wie út soarte lykas altiten: it jaan fan in bydrage oan it wittenskiplik debat op de behannele mêden. Want dat is ommers wat it Frysk Filologekongres wêze wol: in plak fan presintaasje fan wittenskiplik ûndersyk, fan konfrontaasje fan mieningen, fan diskusje. Dat is ek de bedoeling fan de bondel dy't hjir no foarleit.

De redaksje: Ph.H. Breuker
D. Gorter
J.F. Hoekstra
L.G. Jansma
F.J. van der Kuip

Oer datearring, funksje en auteurskip fan de earste Fryske grammatika (1681)*

Rolf H. Bremmer Jr. (Rijksuniversiteit Leiden)

Foar Professor Pieter Gerbenzon, ta syn santichste jierdei.

1.0 Ynlieding

Yn 'e rin fan 'e lette midsieuwen ferlearen de heal ûnôfhinklike Fryske steatsjes har selsstannigens. Mei dat ferlies rekke ek it Frysk as skriuwtaal yn de nederklits. Yn in jimmeroan waaksende rige fan artikels hat Oebele Vries sjen litten hoe't minsken yn tsjerklik en wrâldsk (resintlik respektivelik Vries 1989 en 1990) fermidden yn har skriftlike kommunikaasje de foarkar joegen oan it Nederlânsk boppe it Frysk. Nei 1550 binne der gjin offisjele Frysktalige dokuminten mear. De eigen taal ferdwynt njonkelytsen út it iepenbiere libben en wurdt de taal fan hûs en hiem. De delgong fan it Frysk as skreaun medium wurdt ek dúdlik út it feit dat net mear as in hantsjefol boeken en boekjes bekind binne út de santjinde ieu dy't allinnich it Frysk as fiertaal brûke. It is dêrom nammerste opmerkliker dat Simon Abbes Gabbema, de lânskipsskiedskriuwer,[1] yn 1681 in twadde, útwreide útjefte yn twa dielen fan Gysbert syn *Rymlerye* besoarge.[2] *Het Twaede Diel fen dy Friesche Wirken ... trog Mr. Gysbert Japix* begjint neffens it titelblêd mei in *Friesche Grammatica*, ferfolget mei de Aldfryske Ljouwerter Boeten, útjûn neffens de hânskriften Jus en Unia; dêrnei komt de korrespondinsje tusken Gysbert en Gabbema, dat wol sizze allinnich Gysbert syn brieven oan Gabbema; Gabbema syn oanpart is der net by. As fjirde en fiifde ûnderdiel folgje dan noch twa proaza-oersettingen út it Frânsk fan Gysbert. Yn it neifolgjende ferhaal woe ik yngean op it ûntstean, funksje en auteurskip fan dy *Friesche Grammatica*, dy mei rjocht en reden as it begjin fan de Fryske taalkunde sjoen wurde kin.

By neier besjen docht bliken dat *Grammatica* wol in hiel grut wurd is foar twa lytse traktaatsjes, dy't beide yn it Latyn skreaun binne. Traktaat 1 (hjirnei T1) (Breuker 1989, I: 285-95) hat as boppeskrift:

> Inkelde dingen oer de Grammatika, dy't de Fryske Taal oanbelangje, en de Earste Eleminten, hûndertfyftich jier lyn en fierder tebek beskreaun.[3]

It twadde Traktaat (hjirnei T2) (Breuker 1989, I: 296-303) is titele:

> In Fragmint oer de Fryske Letters.[4]

It seit himsels dat dizze twa grammatikale traktaatsjes al ris bestudearre binne, it meast yngeand troch Ekko Epkema, dy't by syn Gysbert-edysje ek fan T1 en T2 in út en troch ridlik yngripend emendearre, krityske tekstútjefte joech mei kommintaar (1821, II: 5-21; 179-86). Hy hat, krekt as Douwe Kalma mear as in ieu letter (1938), besocht se te brûken as ynformaasjeboarne foar de beskriuwing fan

Gysbert syn Midfrysk (Epkema 1824), wylst Tony Feitsma (1978b: 17-18), dy't beide stikken ek opnaam yn har edysje fan 17de-ieusk Frysk (Feitsma 1956b: 1681r, II en III), benammen oer T2 ien en oar skreaun hat wat eftergrûn en boarnen oanbelanget.[5] In tal fragen moat dochs noch steld wurde oer dy traktaatsjes, om't se net earder steld binne of om't se net ôfdwaand beändere binne, lykas: wat is de omfang en it bestek fan de *Grammatica*? Is it Frysk wier wol 150 jier âld, lykas de titel oanjout? Hearden beide stikken oarspronklik wol byinoar? Binne se wol fan ien en deselde auteur? Wa is dy auteur? Hoe kompetint is er, sawol wat it Frysk en oare talen oanbelanget as yn de grammatikale saken? Foar hokker publyk wie de *Grammatica* eins ornearre? It is it doel fan myn ferhaal en presintearje in pear mooglike antwurden op dy fragen.

2.0 Omfang en bestek

De omfang fan de sabeare *Grammatica* is wierliken te beskieden om ek mar fan nut te wêzen by it yn 'e macht krijen fan de earste prinsipes fan de Fryske taal. Neffens de doedestiids wenstige opfettings, ûnder wurden brocht yn it tige populêre Latynske skoallelearboek fan Lithocomus (1592: 7), bestie grammatika út: "Ortografy, Prosody, Etymology, en Syntaksis".[6] Us *Grammatica* is dus fier fan folslein, want dy befettet gjin stik oer de prosody en seit ek neat oer de syntaksis. Allinnich de ortografy en de etymology – doe de term foar morfology – komme op it aljemint. Mar ek by dy twa ûnderdielen hawwe wy mei ûnfolslein wurk te krijen. Ofgeande op de doedestiidse wenstige grammatika's soe it stik oer de morfology alteast acht of njoggen haadstikjes hân hawwe moatte, nammentlik: haadwurden, foarnamwurden, tiidwurden, mulwurden, bywurden, ferhâldingswurden, bynwurden, útroppen, en telwurden. Yn wurklikheid jout T1 allinnich ynformaasje oer haadwurden, eigenskipswurden en telwurden.

It *Fragmentum* heart ta it mêd fan de ortografy, en is ridlik folslein. Yn de tradysje fan de klassike taalkundige Priscianus[7] komme de *figura* 'foarm' en de *potestas* 'lûdwearde' fan de letters te praat. De *nomen* 'namme' fan eltse letter, dy't der ek noch by behannele wurde moast, hat de auteur spitigernôch benefterlitten.[8] Sadwaande is T2 in gearmjoksel fan in beskriuwing fan it komôf (haadstik 1; hjirnei oantsjut as T2.i, ensfh.) en de útspraak fan de lange en koarte lûden en inkelde nuvere bylûden (T2.ii-viii). By de beskriuwing fan dy útspraak wurdt it meast gebrûk makke fan de "genetyske" metoade, d.w.s. de lûdfoarming wurdt, soene wy no sizze, artikulatoarysk beskreaun.[9]

It bestek fan de *Grammatica* mei dan wol west hawwe in folsleine beskriuwing fan it Frysk, wat wy hawwe is eins net folle mear as in oanset.

3.0 De datearring fan de traktaatsjes

Neffens it boppeskrift by T1, soe de *Grammatica* wol 150 jier of sels noch langer lyn skreaun ["*conscripta*"] wêze. At wy 1681, it jier fan publikaasje, as útgongspunt nimme, dan komme wy út by 1531, of noch earder, as oarsprongsjier. It Latynske wurd *conscripta* yn it boppeskrift lit ek noch in oare ynterpretaasje ta,

nammentlik dat it in grammatika is fan it Frysk sa't it 150 jier lyn skreaun wie, dus om 1530 hinne. Ik sil sjen litte dat dizze ynterpretaasje likemin oannimlik is. Yn myn ynlieding haw ik sein dat it begjin fan de 16e ieu foar it Frysk in tiid wie fan rappe delgong, net allinnich yn publike skriften, mar ek yn private dokuminten. It is dêrom wol nuver dat krekt yn dy tiid ien de pinne opnimt om in grammatika fan it Frysk te skriuwen. Dat soe nammers betsjutte dat it Frysk in eardere grammatikale beskriuwing krige hat as hokke oare Westieropeeske taal, en dat liket my net botte wierskynlik. Der binne dan ek taalkundige en net-taalkundige arguminten, dy't dúdlik meitsje kinne dat de traktaatsjes hast wol in ieu jonger binne as wy op grûn fan 'e titel leauwe moatte.

3.1

Fan meartalfoarming wurdt sein dat de haadwurden dy't útgeane op in bylûd har meartal foarmje troch tafoeging fan it "partikel" *-en*. Dat is wier de regel foar ier-16de-ieusk Frysk. Mar dan ferfolget de auteur mei de útsûnderingen en seit dat in tal haadwurden, achttjin om krekt te wêzen, in *-s*-meartal krije. It grutste part fan de list dy't er jout, sechstjin, binne haadwurden dy't einigje op *-ir/-er*, yn haadsaak nomina agentis. Der is wat nuvers mei dy útsûnderingen. Meartal *-s* is net in oarspronklik meartalsmarkearder foar it Frysk, mar wie in lienmorfeem út it Nederlânsk of it Leechdútsk, of, faaks better, dy twa oanswettende talen hawwe tegearre de ymport fan 'e meartal *-s* tige stipe. Iere attestaasjes fan sa'n *-s* datearje fan it begjin fan de 16de ieu (ferl. Bremmer 1989: 78, n. 3). De earste dúdlike foarbylden dy't ik oant no ta fûn haw, komme fan 1502. Al dy gefallen binne haadwurden op *-er*, mar se binne o sa seldsum. It meastepart fan sokke *-er*-wurden hie doedestiids noch *-en* as meartalsútgong. Ut in ridlik koarte tekst lykas de Ljouwerter *Stedstiole* (Vries/Oosterhout 1982), in soarte polysjeboekhâlding fan de lytse misdied yn Ljouwert fan 1502-1504, swile ik de folgjende haadwurden op *-er* mei in meartalsfoarm gear:

bakkeren 'bakkers'	*dragheren* 'dragers'
glesfensteren[10] 'finsters'	*helpren* 'helpers'
presteren 'preesters'	*schomakeren* 'skuonmakkers'
Switseren 'Switsers'	

Meartal *-s* komt foar yn de wurden:

borghers 'burgers'	*stuvers* 'stuorren'
wakers '(nacht)weitsjers'	

Sa te sjen hat *-en* noch dúdlik de oerhân op *-s*. Boppedat is fan dizze wurden *stuvers* yn alle gefallen in Nederlânsk lienwurd, en faaks ien fan de wurden dy't it ynkringen fan it *-s*-meartal bemakkelike hat. In isolearre iere meartals *-s* hat ek it wurd *clincker*, in Boergondyske munt.[11] Mei it Hollânske jild slûpe kleardernôch ek de Hollannismen binnen.[12]

De steat fan wifkjen tusken *-en* en *-s* is de auteur fan de grammatika net ûnt-

kommen. Yn in subseksje neamt er acht haadwurden dy't neffens him sawol in *-s-* as in *-en*-meartal hawwe kinne. It falt jin op dat gjinien dêrfan in nomen agentis is. Oarsom binne der by de sechstjin haadwurden mei allinnich in *-s*-meartal mar trije dy't gjin nomen agentis binne, te witten *celdir* 'kelder', *cerpir* '?karper' en *hammir* 'hammer', dat tige systematysk hat de auteur net west. Fierders binne der noch twa wurden dy't in *-s*-meartal hawwe soene. Dat binne *mijnglen* 'mingel' en *heydin* 'heiden'. Foar *mijnglen* haw ik oars yn it Midfryske korpus gjin *-s*-meartal fine kinnen. It bliuwt itselde yn ien- en meartal.[13] It is wol nuver dat *heydin*, dat in swak haadwurd is, hjir opfierd wurdt as mei in *-s*-meartal.[14] Fierders binne de opmerkings oer de meartalsfoarming "korrekt".[15]

3.2

Der binne noch mear oanwizingen om ta in neiere datearring te kommen. Neffens de auteur hawwe de haadwurden gjin geslacht, mar binne se allegearre mienslachtich. Hy stipet dy bewearing mei de folgjende foarbylden:

in Moy tzirl	'in moaie keardel' (m.)
in moy Feynt	'in moaie feint' (m.)
in moy Faam	'in moaie faam' (f.)
in moy Spicir	'in moaie spiker' (m.)

Wat sizze dy foarbylden? Hawwe se gjin geslacht om't it ûnbepaald lidwurd yn alle gefallen *in* is? Dat hie de skriuwer al ris earder sein. Of kin men dat sjen oan de eigenskipswurden dy't gjin bûgingsútgong hawwe? No is it sa dat yn de 16e en 17e ieu it Frysk wis noch wol geslachten koe, alle trije (ferl. Epkema 1824: XLI). Faaks hat njonken it ûnferoare lidwurd *in* ferliking mei it Latyn dat hjir yn de adjektiven wol útgongen neffens geslacht hat, de auteur ta dizze drastyske útspraak brocht. Syn kar fan foarbylden hie wol better kind: trije fan de fjouwer binne (histoarysk sjoen) manlik, ien is froulik, en gjinien ûnsidich. It is my net slagge om sokke monosyllabyske, útgongsleaze adjektiven te finen út de iere 16de ieu. Se steane lykwols yn oerfloed yn de *Burmania-sprekwurden* fan 1614. Dêr fûn ik 75 gefallen fan de kombinaasje ûnbepaald lidwurd + monosyllabysk adjektyf + haadwurd. Fan dy 75 binne 65 gefallen (likernôch 85%) fan it type:

in {[adj.] + *-φ*} haadwurd

tsjin 10 gefallen fan it type:

in {[adj.] + *-e*} haadwurd

By al dy wurden docht it geslacht fan it haadwurd der neat ta. Hjir kinne wy út konkludearje dat it taalstadium fan T1 in goeie stap fierder is as dat fan ca. 1500.[16]

3.3

It Frysk hat, neffens ús auteur, gjin namfallen, behalven de genityf. Op himsels is dit al in tige progressive observaasje. It duorret oant de 17e ieu ear't gelikense opmerkings oer it Nederlânsk makke wurde (ferl. Dibbets 1977: 30).[17] Mar ôfsjoen dêrfan, út de foarbylden dy't jûn wurde docht bliken, dat de taal drok dwaande is har útgongen falle te litten. Ynstee fan:

**dis caêls stirt*	'de sturt fan it keal'
**dis baêms virtil*	'de woartel fan de beam'

jout er:

dat caêls stirt	*dy baêms virtil*

It lidwurd is net bûgd lykas neffens de regel fan kongruinsje tusken lidwurd en haadwurd ferwachte wurde soe. It reflektearret in taalsituaasje dy't ek wer yn de *Burmania-sprekwurden* werom te finen is: 831 *om de eere wille*; 891 *ien doofmans door*; 921 *ien fiskers kat*; 1115 *de houns holle*, ensfh.[18]

3.4

It mienslachtige lidwurd yn T1 is *dy* en *de*. It earste jout de âldere foarm, it twadde de jongere. Hoewol't Gysbert noch *de* en *dy* (< Aldfrysk *thi* m., *thiu* f.) trochinoar brûkt (ferl. Epkema 1824: XLV-XLVII), hawwe de *Burmania-sprekwurden* hast allinnich *de*. Let-Aldfryske kronykjes út ca. 1525 (Meijering 1985) hawwe noch hielendal gjin *de*.

3.5

Anlautende /w/ wurdt yn T1 altiten as <v> skreaun, in stavering dy't men om 'e nocht siket yn it 17de-ieusk Frysk, mar dy't yn de 16de ieu net ûngewoan is. It lêste foarbyld dat ik fûn haw datearret fan 1578 (FBr 50; Gerbenzon 1967), mar ek Suffridus Petrus (1517-1597) skriuwt <v> foar /w/, bygelyks yn nammen, yn syn Latynske skriften. Joachim Hopper (1528-1576), dy't yn de Fryske sintsjes yn syn Latynske brieven oan Viglius fan Aytta steefêst <w> brûkt (sjoch Waterbolk 1980: 47, 48, 49, 58), skriuwt lykwols <v> at in Frysk wurd los yn de Latynske kontekst stiet.[19]

At ik sa it hear oersjoch dan moat ik ta de konklúzje komme dat, alteast op taalkundige grûnen, T1 net út it begjin fan de 16e ieu komme kin,[20] mar ek net folle jonger wêze kin as út it ein fan dyselde ieu.

4.0 Wa hat de auteur fan de *Grammatica* west?

Ek al stiet de *Grammatica* yn Gysbert syn sammele wurk, it hoecht yn dit fermidden gjin bewiis dat Gysbert net de auteur is (ferl. Feitsma 1978a; Breuker 1989, II: 59-61). Yn Brief 1 (Breuker 1989, I: 324-25) yn itselde diel fan de *Rymlerye* as ús *Grammatica* komt dy grammatika wiidweidich te praat. Gysbert is tige kritysk oer guon saken dêrút, en dat kin slim as it syn eigen wurk wêze soe. Oft Gysbert yn dy brief ek oer it *Fragmentum* praat, sa't Breuker (1989, II: 60) hawwe wol, doar ik te betwifeljen. It iennichste dat dêrop wize kinne soe is syn opmerking oer de útspraak fan de *th*. Gabbema hie Gysbert derop wiisd dat foar in *th* it bêst in *d* lêzen wurde koe. Hy stie dêr net allinne yn. Sibrandus Siccama (ca. 1570-1622), stedsskriuwer fan Boalsert, hie al yn 1617 itselde formulearre (Siccama 1617: 88, Tit. III) en wie dan ek wol Gabbema syn autoriteit, al neamt dy him net:

> ... de âlde Franken, Friezen en Saksen brûkten altiten in **t** foar in **d**, sa't de Friezen en Ingelsken hjoed noch dogge. Want dêr't de Nederlanners *door, dien, dat, dese, deerne, dulden, dingen* útsprekke, seine ús foarâlden mei aspiraasje *troch* [sic], *thi, that, thira, thiorne, thilden, thingien*.[21]

Hoewol't Gysbert sûnt Gabbema syn tip it (Ald-?)Frysk better lêze kin, kin er him dochs net hielendal mei Gabbema lykfine: " ... ik geloove dat d'oude Friezen na *th*. en niet na *d* gepronunceert hebben". Dat sil wol te krijen hawwe mei it feit dat Gabbema oer it Nederlânsk praat en Gysbert oer it Frysk. Mei dy brief, dy't Breuker oertsjûgjend datearre hat op ca. 1660, hawwe wy alteast in datum yn 'e hannen. Breuker (1989, II: 249-50) hat ek oannimlik makke dat Gabbema net de auteur wêze kin fan ien of beide traktaatsjes, lykas algemien tocht is. De earste dy't dat útspruts, al yn 1687, dus noch by Gabbema syn libben, wie Johannes Hilarides, mar dan foaral wat T1 oanbelanget (Feitsma *et al.* 1965: [219-20, noat]):

> Ut de sloarderigens en it karakter fan de styl kin men maklik begripe dat it [dy grammatika] troch deselde Gabbema fersiere is. Kleardernôch, of om ús minsken te begekjen of om te fiskjen nei it stânpunt fan oaren, sadat it suver bedroch is fan in man dy't syn frije tiid min bestege hat.[22]

Mar ek noch hast trije ieuwen dêrnei skriuwt Feitsma (1978b: 17), dat se dizze fertinking mei Hilarides en folle oaren dielt (omt se gjin nammen neamt, jou ik hjir Kalma 1938; Waterbolk 1952: 124; Miedema 1960: 18). Feitsma ferfolget dat se dy fertinking ek noch *eksplisyt* (skeanprint fan my, RHB) útwreidzje wol nei T2. Meinsma (1983: VI) hat sels "de rook yn de noasters fan eat fertrouds". Nei syn "ympresjonistysk" betinken hawwe T1 en T2 "it skaeimerk fan de teksten fan Gabbema". Wat dat skaaimerk no krekt ynhâldt, lit Meinsma him net oer út. Breuker (1989, II: 60), lykwols, is fan oardiel dat it Frysk yn de twa stikken te goed is om fan Gabbema te wêzen, en wiist op it brike Frysk fan it titelblêd. Dat is net it iennichst brike Frysk dat Gabbema skreaun hat. Op it titelblêd fan it eksimplaar fan Druk dat er yn besit hân hat, hat er skreaun:

> Droekt in 't kleeaster bij Jr Hidde fen Camminga. Parochyaan eerst to Dokkum da to Aanjum. Goeltjes om it 1460 jier in 't arst opkommen fen de droekkerijjen.[23]

It fokalisme fan *droek-* doocht net, likemin as dat fan *eerst*; *da* is ek gjin Frysk, of moat in ferskriuwing wêze fan *dan*, in net oploste nasaalstreek. En it iennichst gedicht dat Gabbema yn it Frysk skreaun hat, in promoasjefers út 1649 (Feitsma 1956b: 1649B), is earder imitaasje-Aldfrysk as eigentiidsk Frysk en net frij fan flaters. Ik leau dat Breuker syn yntuysje oer de kwaliteit fan it eigentiidske Frysk yn T1 en T2 him net bedragen hat en dat syn argumintaasje stipe wurde kin mei in protte filologyske arguminten dy't allegearre tsjin it auteurskip fan Gabbema pleitsje:[24]

4.1

De ortografy fan it Frysk yn beide stikken is net gelyk. It bêste falt jin dat op by de stavering fan de *anlautende* /w/. Yn T1 is dy konsekwint mei in <v> skreaun, yn T2 altiten mei in <w>. De stavering <v> foar /w/ is sa'n opfallend ferskynsel yn 1660, dat ek Gysbert der oer stroffele yn Brief 1 oan Gabbema.[25] Yn al it nijere Frysk dat Gabbema út de pinne floeid is tusken 1649 en syn dea yn 1688 – en sa botte folle is dat eins net – haw ik dy stavering nearne fûn.

4.2

Yn T1 fine wy twaris it adjektyf foar "Frysk" stavere as *Phrysic-*, beide kearen mei in <ph> en in <y>. Yn T2 wurdt it adjektyf altiten stavere mei in <f> en in <i>, in neiere oanwizing dat de twa stikken net fan ien en deselde hân binne, of alteast net yn deselde tiid skreaun.

4.3

As it oer it Nederlânsk giet, dan hat T1 it oer (de taal fan) de Brabanners en T2 oer (de taal fan) de Belgen en it Belgysk (*Belgica lingua*), dat wy hawwe hjir jitris in oanwizing dat de beide stikken wierskynlik net fan deselde skriuwer binne. Lykas bekind, waard it Nederlânsk, tenearsten noch Leechdútsk kleure (Vries 1988: 64), ridlik gau nei 1500 de offisjele amtnerstaal yn Fryslân, sa't sels de Switser Conrad Gesner om 1550 hinne wit. Dy gelearde skriuwt yn syn *Mithridates* (Zürich, 1555: f. 39rv), dat noch net sa lang lyn de Friezen har taal foar alle doeleinen brûkten:

> Mar no passe de Westerlauwerske Friezen, benammen yn de stêden, har oan oan de Brabânske en Hollânske taal, de iene om de hannel mei Hollânske keaplju, de oare om't de Keizer [Karel V], nei't er dêr it bewâld krige hie, meastentiids Brabanners ynstallearre hat yn har heechste Hof. Dy sprekke har (eigen) taal en rjocht ...[26]

Suffridus Petrus hat him ek útlitten oer de taalsituaasje yn Fryslân. Foar him is it Frysk al ferkrongen nei it plattelân, wylst yn de stêden Nederlânsk praat wurdt. Yn Ljouwert dogge de lju dat it suverst "fanwegen de oanwêzigens fan it Hof dêr, dat almeast it 'Brabânske dialekt' brûkt" (sitearre nei Vries 1988: 61). Yn oare promininte funksjes waarden ek wol Brabanners oansteld. Fokkema (1937: 49) neamt noch in rektor fan in skoalle yn Ljouwert yn 1541, dy't út Den Bosch kaam. It oantsjutten fan Nederlânsk as "Belgysk" kaam lykwols earst nei 1550 yn 'e swang (Claes 1970: 300). Dat jout dan moai wer in kritearium foar in datearring *post quem*. It âlderwetsk gebrûk fan "Brabânsk" soe wize kinne op in âldere skriuwer foar T1, wylst dy fan T2 moderner wie yn syn terminology. De term "Belgysk" soe sels it Frysk ynslute kinne, as yn T2.vii oer it twalûd *EI* sein wurdt, dat it "by ús útsprutsen wurdt krekt as by de oare Belgen".[27] Dêrút, mar ek út oare passaazjes, docht bliken dat de skriuwer him yn kultureel opsjocht ferbûn wit mei de Nederlannen.

4.4

Hoe betûft oft de auteur yn it Latyn is, doar ik net goed te sizzen, mar myn yndruk is dat yn T1 noch alris in flaterke sit, en dan bedoel ik net de printflaters dêr't in protte fan binne (ek yn T2). Mear as ienris fersint er him en skriuwt er *of* ynstee fan Latynsk *vel* of *sive*, as er in rychje foarbylden jout, bygelyks op s. 288/14 en s. 292/18-21. Sokke fersinnen ferriede in te lytse ôfstân ta it objekt dat de skriuwer beskriuwe wol. Al hat er syn graad nea helle, Gabbema studearre klassike filology yn Grins, Dimter, Utert en Leien.[28] Al yn 1654 publisearre er in edysje fan Petronius syn *Satyricon*, en yn 1659 in edysje fan Catullus.[29] It liket my wat nuver ta, dat sa'n man sokke flaters makket.[30]

4.5

T2 komt jin folle gelearder oan as T1. De skriuwer hellet in pear boeken oan, dy't ús in idee jaan kinne fan syn erudysje. Yn T1.i besprekt er de *figura*, de foarm, fan de Fryske letters, en seit dat de foarâlden fan de Friezen sûnder mis Grykske letters brûkt hawwe lykas alle Aziatyske folken. De noasje fan in Aziatysk komôf fan de Friezen giet tebek op midsieuske leginden sa't wy dy fine yn bygelyks *Thet Freske Riim*, en dy't yn Fryslân om 1600 hinne tige populêr wiene. Mar krekt yn dy tiid waard troch histoarisy lykas Ubbo Emmius op grûn fan klassike teksten oertsjûgjend oantoand dat de Friezen neat mei Azië te krijen hiene. Likernôch 1625 hawwe de Fryske skiedskriuwers akseptearre dat der gjin oriëntaalsk bloed yn de Fryske ieren streamt (ferl. Waterbolk 1952: 189). Us skriuwer lykwols liket der noch yn te leauwen. Dat jout dan wer in moaie yndikaasje foar in datearring *post quem non*.

4.6

Gâns folken, seit de skriuwer ek yn T1.i, hawwe har alfabet liend fan de Griken, lykas bygelyks de Goaten, fan wa't de Friezen of kolonisten (*coloni*) binne of sibgenoaten (*suggeneres*). It Goatyske alfabet liket safolle op it Grykske dat it moat wol liend wêze. De Angelsaksen, sa ferfolget ús skriuwer, hiene in alfabet dat frijwat ôfwykt fan it Goatyske. De Friezen, sa wurdt dan konkludearre, om't hja hast krekt deselde taal brûke as de Angelsaksen (''cum ea lingua pene usi sunt''), sille dêrom wol in alfabet hân hawwe dat of op dat fan de Goaten of op dat fan de Angelsaksen like. It is nijsgjirrich hjir in ferwizing te finen nei de oerienkomst tusken it Ingelsk en it Frysk. Mar ek yn T2.vii wurdt de lêzer nochris wiisd op dy nauwe bân, wannear't opmurken wurdt dat it twalûd *ea* ''by ús en de Angelsaksen tige hiem is''. En justjes fierder wurdt sein: ''it nuvere twalûd *EO* hawwe de Ingelsken en de Angelsaksen [d.w.s. it Ingelsk en it Aldingelsk] hast allinnich mei ús gemien ferlike by alle oare folken''.[31] Wy hawwe sa'n opmerking ek al sjoen yn it hjirboppe oanhelle sitaat út Siccama (1617). Krekt yn 'e rin fan de 16de ieu wûn it idee fan de Anglo-Fryske taalbesibbens oan populêrens (Bremmer 1990), sadat ek yn dit opsicht T2 yn dy tiid te passen falt.

4.7

Folle nijsgjirriger, lykwols, is de skriuwer syn oandacht foar it Goatysk. De ûntdekking en bestudearring fan de âldste skreaune Germaanske folkstaal begûn krekt op gleed te kommen oan 'e ein fan de 16de ieu, en eat fan de spanning fan it nij ûntdutsene trillet noch troch yn de redenaasje fan de skriuwer. Hy wit dat it Goatysk yn Grykske letters skreaun is, en sitearret as syn boarne Suffridus Petrus syn *De Scriptoribus Frisiae* (Keulen, 1593). Petrus, dy't as professor yn Keulen yn 1590 troch Deputearre Steaten beneamd waard ta lânskipsskiedskriuwer, heart ta de earsten dy't oer it bestean fan de Codex Argenteus rapportearje (Van de Velde 1966: 22). Ut Petrus syn boek hellet ús skriuwer ek noch oan dat de Fryske diplomaat Joachim Hopper in kopy fan it Alderhillichst Gebet yn Goatyske letters hân hat.[32] Dy belangstelling is dêrom opmerklik om't yn dy earste dagen fan de stúdzje fan it Goatysk in nauwe besibbens tusken dy taal en it Frysk lein waard. De Frentsjerter professor Sibrandus Lubbertus fertelt yn 1591, wat Marnix fan St Aldegonde doedestiids yn de biblioteek van de Dútske greve Hermann von Neuenar sjoen hie:[33]

> in tige âld boek mei sulveren en gouden letters, dat it hiele Nije Testamint befette yn de âlde Fryske taal, sa't Aldegonde sels oan my sein hat. Ut dat boek, seit Aldegonde, hat er it Gebet fan ús Hear oerskreaun út de âlde Fryske of Saksyske [= Angelsaksyske] letter, dy't net folle ferskilt fan de Moskovityske letter en nei it Gryksk liket te niigjen. Dit is it begjin: ''Atta unsar thu in himina, waikmi namo thin, ensafuorthinne''.

Aldegonde wie dus neffens Lubbertus fan miening dat de ferneamde Codex Argenteus yn it Frysk skreaun wie. Yn Dútsklân wiene ek wol gelearden dy't itselde

mienden, lykas de grutte polyhistor Marquard Freher (1565-1615), dy't yn ien fan de earste útjeften fan it Gebed fan ús Hear yn it Aldheechdútsk, Goatysk foar Frysk oanseach.[34]

Yn T2.ii, iii en vi wurdt in twadde wichtige boarne sitearre, Bonaventura Vulcanius syn *De Literis & Lingua Getarvm, sive Gothorum* (Leien, 1597).[35] Vulcanius syn boek, dat lykas syn edysje fan Jornandes/Jordanes syn skiednis fan de Goaten (ek Leien, 1597) oan de Fryske Steaten opdroegen wie, en dus oanheakke by it ûnderstelde ferbân tusken it Goatysk en it Frysk, liket mei al syn foarbylden fan âlde Germaanske talen de boarne west te hawwen fan de Goatyske, Aldingelske en Aldheechdútske foarmen – op it Aldfrysk, dêr't Vulcanius gjin spesimen fan jout,[36] kom ik fuortendalik werom (yn 4.13.). Hielendal dúdlik is dat noch net. Ferliking mei de folsleine konkordânsje fan it Goatysk (De Tollenaere/Jones 1975) wiist út dat gjin inkelde Goatyske foarm dy't yn T2 jûn wurdt, út in besteande tekst komt, of dêr ek mar op liket. Ien fan twaen: of de skriuwer hat wat Goatysk optocht (wa koe him neiride?), of de drukker hat der mar mei de pet nei smiten (en de korrektor, Gabbema sels foar it neist, hat sliept). Ek mei de Aldingelske wurden is wat oan 'e hân. Guon, lykas *scheolden, geleord*, binne spûkfoarmen, wylst *freore* in hapaks is út de oersetting fan Gregorius syn *Cura Pastoralis*, in tekst dêr't earst yn 'e 19de ieu in edysje fan kaam. Wêr soe de skriuwer dy foarm wei hawwe? Oaren, lykas *eathe* (foar *eaðe* 'maklik'), *weald* (1. 'wâld', 2. 'macht') en *georne* ('graach') komme sa faak foar, dat it ûnmooglik is en wiis in boarne oan (ferl. Venezky/diPaolo Healey 1980). *Feod* kin in ferskriuwing wêze foar *feond*, mei oare wurden, de nasaalstreek is oer de holle sjoen. (Mar wa sil dat útmeitsje yn in stik dat stiif stiet fan de printflaters?). De meidieling dat de Angelsaksen in aparte letter hiene foar de *th* kin ek net út Vulcanius syn boek komme. Dy printet ð en *þ* as <th>. It bliuwt my foarearst in riedsel wêr't de skriuwer syn Aldingelsk wei hat. Mooglike boarnen fan foar 1600 binne Matthew Parker *et al.*, *A Testimonie of Antiqvite* [...] (Londen, 1567) en William Lambarde, *Archaionomia* (Londen, 1568). Beide boeken brûke de ð en *þ*. It earstneamde boek befettet op s. 88v (net nûmere) it Aldingelske abie mei in transliteraasje. Mar de wurden út T2 kinne net út dizze twa boeken helle wêze. As lêste docht by neier besjen bliken dat ek wat it Aldheechdútsk oanbelanget, Vulcanius net de boarne west hat foar de foarmen yn dy taal yn T2.

De tredde boarne dy't eksplisyt neamd wurdt, is Justus Lipsius syn *De Recte Pronuntiatione Linguae Latinae* (Leien, 1586).[37] Dat boek is brûkt foar it omskriuwen fan de útspraak fan de koarte lûden "A", "I" en "U" (ferl. Feitsma 1978b: 57, n. 43). Alle trije boeken dy't oanhelle binne yn T2, stamme dus út 'e ein fan de 16de ieu. Al wer in oanwizing dat T2 út dy tiid komme moat.

4.8

Yndirekt kin noch in fjirde boarne oanwiisd wurde. Fan de trije Frankyske [d.w.s. Aldheechdútske] wurden dy't neamd wurde oan 'e ein fan T2.viii, te witten *apheldra, phenning* en *phafh*, moat de foarm *apheldra* 'apelbeam' (fanwegen Leechdútske *d* ynstee fan Heechdútske *t*) werombrocht wurde op de saneamde "Leidske Willeram", dêr't Paulus Merula yn 1598 in edysje fan besoarge. Dy

edysje, krekt as Vulcanius syn boek oer it Goatysk, moat sjoen wurde yn it ljocht fan de ûntweitsjende bewustwurding fan de âlderdom fan de Nederlânske taal en har woartels (Gumbert 1975: 210).[38] It boek soe de nijsgjirrigens fan in Fryske taalsneuper út dy tiid wol wurdich wêze. Nammers, neffens it anonime brief – wol oan de Noardhollânske humanist Pancratius Castricomius ta te skriuwen (Sanders 1974: 67) – dat oan de tekst sels foarôfgiet, soe Williram syn parafraze fan it *Heechliet* yn it 'âlde Frysk of Frankysk' (''*antiqua Frisica aut Francica*'', Merula 1598: xx2v) skreaun wêze. Op it earste oansjen liket it wat nuver, dat de tekst foar Frysk nommen wurde koe. Wêr't Castricomius dat idee wei hat, wurdt lykwols klear by it lêzen fan syn ferklearring (Merula 1598: 18) fan it mulwurd *geantfristot* 'útlein, ferklearre'. De betsjutting hat er misret, om't er troch syn etymology mislaat is. Yn dat wurd, seit er:

> liket de namme fan de Friezen te sitten, krekt as seit er [dat is Williram] *verfriest*, dat wol sizze 'oerset yn de Fryske taal', lykas wy yn de folkstaal sizze *verduitschen*, foar 'oersette yn de Dietske taal'.[39]

Al yn de earste taalkundige *Annotationes* (Merula 1598: 2) fan Castricomius op de Dútske tekst wurdt omtinken frege foar it Frysk, dat er as ien fan de foarâlden fan it Nederlânsk beskoget. Yn syn fierdere kommintaren wurdt troch Castricomius ek geregeld de oandacht fêstige, neist gâns oare Germaanske talen, op de Fryske taal sawol it Westfrysk as it Westerlauwersk Frysk, meiinoar trettjin kear (ferl. Claes 1979: 3; 46-47).[40]

En yndied, lykas ferwachte, komt it wurd *apheldra* foar yn de Leidske Willeram, neffens de konkordantyske wurdlist yn Sanders (1971) mar ienkear! Allinnich wurdt it dêr stavere as *apheldera*, dus krekt wurdt der (al wer) net sitearre. *Phenning* komt ek yn deselde boarne foar, twaris. Op s. 164 by *Phenningo* seit Castricomius:

> Sydlings is foar sneupers op te merken de besibbens of feroaring fan de letters *ph* yn ienfâldich *p*, dêr't de Dútsers no folle faker *f* tafoegje op it plak fan de aspiraasje, lykas yn *pfaff* 'paap, pater', *pfart* 'hynder' en soartgelikense.[41]

Dy opmerking oer wat wy no de twadde Dútske lûdferskowing neame, wurdt dúdlik oernommen yn T2.viii, as de skriuwer op aspiraasje komt. Hy seit dan:

> Oft ús foarâlden *f* of *ph* seinen witte wy net, alhoewol't dêr yn de Goatyske en Frankyske taal spoaren fan binne, lykas yn de wurden *apheldra*, *phenning*, *phafh*, en yn hast alle wurden dêr't de Dútsers no *pf* sizze, lykas yn *pfenning*, *pfafh*, *pfaren*, en yn oare.[42]

It falt jin op dat *pfart* út de boarne yn T2 yn *pfaren* ferbastere is. Hat dat sa west om't de skriuwer it wurd *pfart* 'hynder' (better soe wêze *pfert*) net koe? Hoe't dat ek wêze mei, dat Merula syn Willeram-edysje de boarne west hat, kin net yn 'e kiif stean.

4.10

Nei't de skriuwer yn T2.i konkludearre hat dat de Fryske letters ôfstamme itsij fan de Goatyske itsij fan de Angelsaksyske, wol er dat ek bewize. Hy ferfolget dan:

> Om hjir in gissing út meitsje te kinnen, sil ik foar Jo it alfabet fan beide talen sjen litte; as it nolket dy te ferlykjen mei de letters fan ús foarâlden, dy't gearfandele binne út ynskripsjes fan âlde grêfstiennen en dy't hjirnei folgje ...,[43]

dan sil bliken dwaan dat syn bewearing krekt is. It feit dat dy alfabetten net ôfprinte binne troch Gabbema – de safolste oanwizing dat T2 net fan syn hân wêze kin – is tige spitich. Want hokker ynskripsjes hat de skriuwer eins bedoeld? Oant no ta is mar ien midsieusk Frysktalich grêfskrift bekind (Breuker 1980), dat sa folle sille der wol net west hawwe. Wêr hie de skriuwer nammers it idee wei om âlde grêfskriften te sammeljen en dêr in Frysk alfabet út te distillearjen? In boek dat net neamd wurdt yn T2, mar dat de skriuwer faaks wol ynspirearre hat, is Janus Gruterus syn *Inscriptiones Antiquae Totius Orbis Romani*, dat yn 1603 ferskynde by de útjouwer Commelin (nei alle gedachten yn Heidelberch, dêr't Gruterus doe professor wie). Yn dy grouwe foliant hie Gruterus mei help fan Joseph Scaliger – neffens syn freon Sibrandus Lubbertus "maklik de foarste fan alle gelearden fan ús tiid" (Van der Woude 1963: 552-54) – alle doedestiids bekinde Grykske en Romeinske ynskripsjes op grêven, brêgen, ensafuorthinne, sammele en ôfprinte. Sadwaande hawwe dy twa filologen de grûnfêsten lein foar de epigrafyk, de stúdzje fan âlde ynskriften. Hommels en dwers folgje op yllustraasjes fan Etruskyske en ier-Latynske ynskriften fan side 146 oant 148 guon passaazjes Goatysk út de Codex Argenteus dy't noch net earder printe wiene, en dus ûnôfhinklik fan Vulcanius, dy't net iens neamd wurdt troch Gruterus, en oare boeken binne. Om de lêzer te skewieljen printet Gruterus op side 146 in Goatysk abie. Dêr hawwe wy al de kombinaasje fan Goatysk mei ynskripsjes. Mar dat is net it iennichste. Op side 145 en 149, dus lyk foar en nei it Goatyske yntermezzo, kipet de namme fan Stephanus Vinandus Phigius (Kampen 1520 - Xanten 1602; humanist, kenner fan Romeinske âldheden) derút, as de boarne fan guon ynskripsjes. En op side 142 fine wy de namme fan Johannes Metellus (in Boergondysk gelearde, lykas Suffridus Petrus en Stephanus Phigius út de Keulske rûnte fan gelearden), as ûntdekker fan in ier-Latynske ynskripsje. Beide nammen wurde ek neamd as autoriteiten yn T2.i, dat it hat der folle fan dat de skriuwer Gruterus syn *Inscriptiones* ûnder eagen hân hat, en dat dy him op in goed idee brocht hawwe.

4.11

In negatyf argumint dat in datearring fan T2 om 1600 hinne stipet, kin faaks wêze dat de skriuwer kleardernôch gjin kennis hat fan Abraham Milius (Van der Myle) syn *Lingua Belgica* (Leien, 1612), dat ornearre wie ta ferhearliking fan de Nederlânske taal. Gabbema wie al yn it besit fan dat boek (Feitsma e.o. 1965: [229-30],

85-89). Yn dy wichtige iere stúdzje fan de skiednis fan it Nederlânsk, dat moai as foarbyld en ynspiraasjeboarne tsjinje kind hie, wurdt oars net botte folle oandacht oan de Fryske taal bestege. Mar dat hoecht jin ek net te fernuverjen, want Milius (1612: Index, *s.v.* F) seit dat ''de Fryske taal deselde substânsje as de Nederlânske'' hat [''Frislandica lingua substantiam eadem quae Belgi-Germanica'']. [44] Beide talen binne yn syn eagen sa besibbe, dat fierder kommentaar en útlis oerstallich is, en yllustraasje fan dy besibbens benefterlitten wurdt. Komme de taalkundigen wat it Frysk oanbelanget der by Milius meager ôf, foar de histoarisi jout er gâns ynformaasje oer it legendaryske eilân Fryslân earne by Yslân en Grienlân. [45]

4.12

Neffens Breuker (1989, II: 60) soe Gabbema de beide stikken bêst wolris fûn hawwe kinne tusken de papieren fan de foarige lânskipsskiedskriuwer, doe't er dy funksje yn 1659 krige. [46] Dat liket my de bêste oplossing ta. As Gabbema de skriuwer west hat fan T1 en T2, hie er folle mear syn geleardens útstald as dat hjir it gefal is. Yn it foaropwurd ta syn *Het Hooghe Lied*, dat útkaam ca. 1659 by Sydtse Rinnerts te Ljouwert, mar faaks al earder skreaun wie, neamt Gabbema (s. (**)v) de niisneamde Aldheechdútske parafraze fan it *Heechliet*, dy't abt Williram fan Ebersberg yn Beieren om 1065 hinne makke hat:

> Onder deeze [útlizzers, RHB] munt uyt, als de Maan by mindere lighten, den abt Willeramus, in de letteren van beleeftheyd en Gods-dienst-kunde dapper ervaren. Hy bloeyde vast voor zeste-half honderd jaar: en heeft, als doen, Het HOOGE-LIED der onsterfelijkheydt ingelijft in oud FRIESK, of FRENKISK, zoo eenige waanen. Grootelijkx wordt dat, om zijne aadeloudtheydt, by de taalkundige, en opbouwers der gryze Zaxische en Duytsche Moeder-spraaken geroemt en naa-gespoort. [47]

Gabbema wie ridlik goed op 'e hichte fan de stân fan saken op it mêd fan de (Ald-)germanistyske filology, alteast fan de bûtenkant. Ut syn korrespondinsje mei Johannes Hilarides yn 1687 witte wy hokker boeken er op dat mêd hie. Dêr wie Junius syn útjefte fan de Goatyske evangeeljes by (Dordt, 1664-65), dy't, sa't wy út de oanhelle foarmen seagen, net brûkt is foar T2. Op syn keamer hie Gabbema fierders noch Merula syn Willeram-edysje (Leien, 1598) mei Junius syn *Observationes in Willerami* (Amsterdam, 1655), [48] Junius syn edysje fan de Aldingelske ''Caedmonske'' gedichten (Amsterdam, 1655), Flacius Illyricus syn edysje fan Otfrid syn Aldheechdútske Evangeeljeharmony (Basel, 1571), Martin Opitz syn edysje fan it Middelheechdútsk *St Annolied* (Dantzig, 1639), en Conrad Gesner syn *Mithridates* (Zürich, 1555), om ris in pear te neamen (sjoch Feitsma 1965: [229-30]). Behalven, sa't wy seagen, út Merula syn Willeram-edysje, komt neat út dy boeken boppe wetter yn T2, en dochs koe Gabbema se goed. Sawol yn syn ''Opdragt' (Breuker 1989, I: 248-49) as yn syn lang foaropwurd ''Aan den Taal- en Spraak-Friesch-kundige LEEZER'' (Breuker, I: 264, 272-73) ta de Gysbert-edysje fan 1681 ferwiist er der wiidweidich nei. Tusken ca. 1660 en 1681 hie er dochs wol de kâns hân om de twa traktaatsjes by te wurkjen. Mar hy hat se yntakt litten sa't er se krige hie.

Breuker (1989, II: 60-61) hat der op wiisd dat yn Thomas Tanner syn opjefte út 1697 fan Junius syn neilittenskip yn de Bodleiaanske Biblioteek gewach makke wurdt fan *De literis ex Gabbemæ chartis*, T2 dus. Dêr komt it stik, sa't út Tanner syn wurden opmakke wurde kin, ek út de paperassen dêr't Gabbema as lânskipsskiedskriuwer oer beskikke koe. Wannear soe dat stik yn it besit fan Junius kommen wêze? Om 1660 hinne, mar yn alle gefallen foar 1666, hie er Gabbema frege om Aldfryske hânskriften. Jan van Vliet, dy't yn 1666 ferstoar, hat wol út Junius syn stikken wurden fan Codex Unia kopiearre, mar net fan Codex Roorda, in oar hânskrift dat Gabbema oan Junius liend hat (ferl. Gerbenzon 1989: 28-29), nei alle gedachten dus nei 1666 (ferl. Breuker 1990: 61-62). Om't Gabbema yn syn foaropwurd grutsk fernijt dat er Junius sels sprutsen hat yn Den Haach (Breuker 1989, I: 274), meie wy faaks ek wol it tiidrek 1663-65/6 útslute, doe't Junius yn Dordt wenne (Breuker 1990: 49). Op s. iii fan Codex Aysma notearret Van Vliet dat er dat hânskrift yn 1660 fan Junius liend hat (Madan 1937: 981, item 5189). As Junius Codex Aysma (no MS Junius 78) net nei syn ferbliuw yn Fryslân yn 1647-48 meinommen hat – en dat liket my net wierskynlik ta, want earst mei de ûntfangst fan Druk yn 1657 begjint syn stúdzje fan it Aldfrysk (Breuker 1990: 60) – dan soe it kontakt tusken Junius en Gabbema wolris fan 1659-60 datearje kinne, út deselde tiid dus as Brief 1 fan Gabbema oan Gysbert. Gabbema sil it traktaatsje, faaks wol yn ôfskrift, dan as tajefte mei Codex Unia en/of Codex Aysma meistjoerd of persoanlik oerlange hawwe.

4.13

En dan is der noch in lêste argumint: it Aldfrysk yn T2. It falt jin fuortendaliks op, dat de skriuwer hjir, yn tsjinstelling ta T1, nochal ris Aldfrysk brûkt om ien en oar te yllustrearjen út de taal fan de foarâlden (*majores*; *veteres*, beide yn T2.ii). As er it hat oer syn boarnen, bliuwt er lykwols oan de dizige kant: ''it is dúdlik út âlde ynstruminten en boeken'' [''*ex antiquis instrumentis & libris manifestum est*''], mar hokke dat krekt binne, seit er net. Ik haw by syn Aldfrysk gjin foarmen út Jus fûn. In stekproef (mei tank oan Henk Meijering) yn de konkordânsje op Druk, dy't op de FU makke is, wiist út dat Druk al brûkt is, mar lit ek sjen dat de skriuwer syn foarbylden tige ritich selektearre hat, bygelyks: *launa* (1x, Merktriocht), *onderhaua* (2x, Aldere Skeltanarjocht), *slachta* (3x, 17 Kêsten; 1x, 24 Lânrjochten; 1x, Swarte Swengen), *delta* (1x, Willekeur 5 Delen), *fera* (1x, Aldere Skeltanarjocht; 1x, Skakraf). Oare wurden, lykas *schelta* (80x) en *aesgha* (39x) binne sa'n protte fan dat se net diskriminearjend wurkje. De foarmen *friha* en *suauva* binne alderminst geef Aldfrysk, en roppe fraachtekens op. Hawwe wy hjir no te krijen mei in pieler op it Aldfryske mêd, dy't mar wat wurden op 'e dolle rûs út Druk nommen hat en yn 'e flecht wei der noch wat Aldfrysk by optocht hat foar de gelegenheid? Dan koe Gabbema it dochs wol better. Yn syn foaropwurd seit er dat:

> in zeer ouwde Geschicht-boeken, parkementen en papieren, voor menig honderd jaar beschreeven ... doorgaans een *H* voor een *U.* of *W.*, en andere

letteren geplaatst wierde, waaraf my deeze nu in gedagten schietten'' (Breuker 1989, I: 269).

En dan folgje mear as tweintich wurden en frazen yn kreas Aldfrysk. Op grûn fan it Aldfrysk yn T2 liket it my ek net wierskynlik ta dat Gabbema de auteur is.

5.0 Wa hat de skriuwer dan west?

Ik ha hjirboppe besocht oannimlik te meitsjen dat beide traktaatsjes net fan de hân fan Gabbema wêze kinne,[49] om't se beide oantoanber om 1600 hinne skreaun binne. Faaks binne guon arguminten, dy't ik dêrfoar op it aljemint brocht haw op harsels net sa oertsjûgjend, mar mei-elkoar nommen moatte se wol liede ta myn konklúzje. Dochs moatte wy foar in mooglike auteur wol sykje yn 'e rjochting fan immen dy't de beskikking hie oer Druk. Njonken de lânskipsskiedskriuwers wie dat immen lykas Sibrandus Siccama, dy't sawol Druk as Jus brûkt hat by syn edysje fan de *Lex Frisionum*, en ek op de hichte wie mei Aldingelske rjochtsteksten sa't dy, benammen yn it Latyn, besoarge wiene fan William Lambarde yn syn *Archaionomia* (London, 1568). As in mooglike auteur tinkt Breuker (1989, II: 60) oan Bernard Furmerius (1542-1616), dy't yn 1597 Suffridus Petrus as lânskipsskiedskriuwer opfolge wie. Dy hie yn 1599 fan de stêd Ljouwert in eksimplaar fan Druk liend en noch twa oare Aldfryske rjochtshânskriften (Breuker 1991: 21, noat 7). Ik soe Siccama ek net útskeakelje wolle, temear om't út de kommintaren yn syn *Lex Frisionum*, en de Aldfryske boarnen dy't er dêrfoar rieplachte hat, bliken docht dat dy niget hie oan Fryske filology (ferl. Oosterhout 1970). En dat kin fan Furmerius net sein wurde, alteast net op grûn fan syn printe wurken.[50] Dat der in nauwe bân wie tusken Siccama en Furmerius hat Breuker (1989, II: 60) dúdlik makke: Siccama en in oarenien krigen yn 1601 de opdracht de papieren fan de lânskipsskiedskriuwer te kontrolearjen. In oar blyk fan it kontakt tusken de twa is it drompeldicht fan Siccama yn it earste diel fan Furmerius syn *Annales* (Furmerius 1609: *6v). Mar bewize kin ik it auteurskip fan Siccama net. De fraach dy't him foardocht is, wat soe Furmerius of Siccama, of wa dan ek, oandreaun hawwe ta it skriuwen fan in grammatika?

6.0 Funksje en bedoeld publyk

Mei de konstatearring yn 2.0 dat wy mei in ûnfolsleine *Grammatica* te krijen hawwe, moatte wy fansels ek fêststelle dat dy amper bedoeld wêze kind hat foar it gebrûk yn 'e skoallen. Dy observaasje strykt mei eksterne gegevens, want, better net te witten, waard it Frysk yn 'e 16de en 17de ieu op 'e skoalle net ûnderwiisd. Beide traktaatsjes binne skreaun yn it Latyn, sadat wy in beskate hichte fan oplieding oannimme meie, sawol wat de auteur as wat de lêzer oanbelanget. Foar T1 wurdt boppedien kennis fan it Frânsk ûndersteld, want de lêzer sil wol witte, sa hjit it, dat it Frânsk ferskil makket tusken *ung* en *une*, as it om geslacht giet. Hjir brûke de Friezen allinnich *in*, lykas de Brabanners *en* brûke (s. 293). Al justjes earder hie de auteur de Brabanners neamd om it wurd *jacht* te ferklearjen. Dêr

brûke hja *uatten gespuys* foar. De lêzer moat wol goed eigentiids Brabânsk kind hawwe: *gespuys*, safier as wy witte, is in let-16de ieusk wurd, en is foar it earst optekene yn 1573 yn it wurdboek fan de ferneamde súdlike Nederlanner (fan Waalske komôf) Christoffel Plantijn.[51]

De ynhâld wie dochs wol ornearre foar oerdracht fan kennis. Trije kear yn T1, en noch folle faker yn T2, wurdt de earste persoan meartal brûkt, dy't in ''wy-gefoel'' meibringt. Ik kin net goed sizze oft dat ''wy'' wiist op it werjaan fan ''wy Friezen ûnder-inoar'' of dat it tsjut op de Friezen as groep, en dat de ynformaasje sadwaande bedoeld liket te wêzen foar net-Friezen. De lêzer wurdt oars mar ienris direkt oansprutsen, en dat is as de telwurden te praat komme. De auteur leit wiidweidich út dat de rangtelwurden fan 'earst' oant 'fyft' in *-e* tafoegje as se manlik en froulik binne, mar gjin útgong hawwe as se ûnsidich binne. Dan lit er noch ris 'sechst' oant 'santjind' folgje yn sawol de mienslachtige as de ûnsidige foarm. En oft dat noch net genôch is, foeget er dêr de folgjende ynstruksje oan ta:

> Ast de lêste letter weilitst, d.w.s. *e*, dan krigest it ûnsidich geslacht.[52]

Sa'n opmerking liket bedoeld te wêzen foar ien dy't de taal noch leare moat, alhoewol't net útsletten wurde mei dat de twadde persoan iental hjir brûkt is as it ûnpersoanlik foarnamwurd.

Yn T2.i wurdt de twadde persoan iental ek ris brûkt, as de skriuwer de lêzer foarbylden fan Goatyske, Angelsaksyske en Fryske alfabetten sjen litte wol.

Sawol T1 as T2 toane in Renêssansistyske nijsgjirrichheid foar Fryske saken, dy't ek werfûn wurde kin yn de fluch waaksende rige boeken en skriften op it mêd fan de Fryske skiedskrieuwing om 1600 hinne (ferl. Waterbolk 1952). Ek de mystifisearjende trekken yn benammen T2 moatte sjoen wurde yn it ljocht fan in wichtige streaming yn de Renêssansistyske yntellektuele kultuer, dêr't net allinnich de Fryske skiedskriuwers in goed foarbyld fan binne, mar ek in gelearde fan grut kaliber lykas Joseph Scaliger (ferl. Grafton 1990: 121-23). Beide traktaatsjes binne rjochte oan itselde publyk as dy Fryske skiedboeken, d.w.s. oan de ûnderleine midden- en boppeklassen. Dat wie in tanimmende groep, mei troch de stifting fan de Frentsjerter universiteit yn 1585. De tipyske Renêssansistyske selsbewustens komt ek ta utering foar de eigen taal oer, as de skriuwer bygelyks oan 'e ein fan T2.ii útropt: ''Wat binne wy Barbaren dochs eins folle gelokkiger as de Romeinen!''[53] Wêrom? Om't de Friezen de lingte fan in fokaal oanjaan kinne troch ferdûbeling fan de letter en de Romeinen noch net!

Foar de efterlizzende motivearring ta it skriuwen fan de *Grammatica* moat dus likefolle rekken holden wurde mei in etnosintryske preökkupaasje as mei pedagoagyske soarch of taalkundige nijsgjirrichheid.

7.0 Gabbema en de ''Friesche Grammatica''

Al mei al binne T1 en T2 wichtige tsjûgen fan in yntellektuele niget oan de taalkundige aspekten fan it Frysk út de tiid om 1600 hinne. Dat is in konstatearring dy't ferraskjend nij ljocht smyt op de historiografy fan de Fryske taalkunde. It seit himsels dat op grûn fan de arguminten dy't ik yn 4. jûn haw, it auteurskip fan

Gabbema fan T1 en T2, dat tradisjonaliter oan him taskreaun waard, útsletten wurde moat. Mar dat wol net sizze dat er net meidien hat oan de tekst sa't wy dy no hawwe. Ik nim oan dat de wurden ''Reliqua desiderantur'' oan 'e ein fan T2 in redaksjonele tafoeging is fan Gabbema. Hy brûkt krekt deselde wurden yn syn edysje fan Viglius fan Aytta syn korrespondinsje mei Hopper, as Brief X hommels ôfbrekt (Gabbema 1661: 26). Ek de trije rigels dy't dêr noch op folgje, moatte fan syn hân wêze. Net allinnich om't dêr Gysbert syn devys ''Sljoeucht & Rjoecht'' by sit, mar ek om't noch in foarbyld fan in wurd mei fiif lûden, *Smiaeount*, folget. Eins heart dy opmerking oer diftongen by T2.vii, dêr't de auteur net fierder kaam as wurden mei trije lûden. It is krekt oft de lytse taheakke sizze wol: ''It kin noch folle better'', en dat liket my typysk Gabbema ta. Boppedat wurdt by *Smiaeount* ek noch de oersetting ''id est *Smient*'' jûn – yn it Nederlânsk dus! – eat wat de auteurs fan T1 en T2 fierders nea dogge.

Ek de redaksjonele opmerking ''Addit in margine noster Author'' oan 'e ein fan T2.v oer noch in tredde útspraak fan de *o*, moat neffens my fan Gabbema wêze. Soe ''Noster author'' slaan kinne op Gysbert, sa't Feitsma (1978a: 99) ornearre hat en dêr't Breuker (1989, II: 60) ûnder foarbehâld mei ynstimt? ''Noster'' ymplisearret dat skriuwer en lêzer beide oan in treddenien tinke. As dy tafoeging wier fan Gabbema is, dan skeakelet er himsels as skriuwer út. Stel dat Gysbert de skriuwer is, wa soe dat dan witte kinne? Allinnich Junius, dy't ek fan T2 in eksimplaar krige hie fan Gabbema, mar dan sûnder dy marzjinale oantekening. Dat liket net sa wierskynlik. Dêrom moat ''noster author'' wol ferwize nei de, foar Gabbema anonime, auteur fan T2.

Fierders haw ik de yndruk dat de tafoeging tusken heakjes yn T2.ii:

> (sa't wy begripe út âlde Fryske wetten, printe sawol as skreaune, dêr't wy eksimplaren fan fersammele hawwe)[54]

ek wolris fan Gabbema wêze soe. It is in folle krektere omskriuwing fan de boarnen as eefkes fierder jûn wurdt.

En dan sitte wy noch mei de claim fan 'e titel dat de traktaatsjes 150 jier of âlder binne. Op taalkundige grûnen haw ik oantoand dat dat net it gefal is. As Gabbema syn hân dus earne fûn wurde moat, dan is it hjir. Hy moat sjoen hawwe dat de stikken âld wiene, mar krekt hoe âld, dêr hat er mar nei ret. Wie it Frysk net ferneamd om syn âldens? Faaks hat er dat ta utering bringe wold.[55]

Feitsma (1978a en b) hat der op wiisd dat Gabbema syn edysje fan de *Rymlerye* beskôge wurde kin as in besykjen om sjen te litten dat it Frysk foar alle doeleinen brûkber is. It koe ek taalkundich beskreaun wurde lykas it Nederlânsk. Gabbema as gjin oar yn syn tiid wie him tige bewust fan de histoaryske rjochten en de mooglikheden fan de Fryske taal, ek al hat er sels amper oarspronklik Frysk skreaun. Spitigernôch bleau syn fromme winsk oan 'e ein fan it *Fragmentum*, ''Reliqua desiderantur'' – dy't wy faaks noch it bêst oersette kinne mei ''We want more!'' – ûnferfolle. It soe oant de 19de ieu duorje, ear't it Frysk objekt waard fan yngeande grammatikale stúdzje.[56]

NOATEN

* Dit is in tige útwreide ferzy fan de foardracht "The First Grammar of Frisian (1681)", holden op it Fifth International Congress on the Historiography of Linguistics, Galway, Ierlân, septimber 1990. De tekst dêrfan is opnommen yn de Proceedings fan it kongres, redigearre troch Anders Ahlqvist, en te ferskinen by John Benjamins, Amsterdam, 1992.

1. Der is ferlet fan in goeie stúdzje oer libben en wurk fan Gabbema (1628-1688). Foar dit artikel haw ik gebrûk makke fan de bytiden tige tsjinstridige ynformaasje en wurdearring yn Eekhoff (1868), Wumkes (1926: 273-85), *Nieuw Nederlandsch Biografisch Woordenboek* VI: 537, D.A. Wumkes (1950: 224-6) en Breuker (1989, II: 247-51).
2. Breuker (1989, I) befettet in werprintinge yn faksimilee fan dy twa dielen, oarspronklik útjûn troch Kerst Tjallings en Gerrit Heegslag te Ljouwert, dêr't yn 1684 guon eksimplaren by Lenert Strick yn Frentsjer fan útkamen. De ferwizingen hjirnei yn myn stik binne altiten neffens de paginearring yn Breuker syn werútjefte.
3. "Quaedam ad Grammaticam Spectantia, Lingam (!) Phrysicam, & Prima Elementa, ante Centum Quinquaginta & Quod Excurrit Annos Conscripta".
4. "Fargmentum (!) de Literis Frisicis".
5. Pieter Sipma hat him ek dwaande holden mei de stikjes. It argyf fan de Fryske Akademy hat alteast in mei de hân skreaune Fryske oersetting fan him. Faaks nochris korrizjearre, soe dy yn in parallelútjefte mei in krityske Latynske tekst en kommintaar in werútjefte fertsjinje. Drs. G.L. Meinsma wurket oan in Nederlânske oersetting fan T2, dêr't er my in ferzy fan joech en dêr't ik him tankber foar bin.
6. "Partes Grammaticae sunt quatuor: Orthographia, Prosodia, Etymologia, & Syntaxis".
7. "Attigit igitur literae *nomen, figura, potestas*", Priscianus, *Institutiones Grammaticae* I,6; ferl. Dibbets (1985: 364).
8. Epkema (1824: IV) hat dy nammen wol besprutsen. Ut syn opjefte docht bliken dat de letters yn it Frysk faak in namme hiene dy't ôfwykt fan de Nederlânske. Ik jou dy nammen hjir: "A, Bie, Cie, Die, E, Effe, Gie, Ha, I, Je, Ka, El, Im, In, O, Pie, Kouw, Er, Es, Tie, U, Ouw, Duwbbeldouw, Exerd, Zedderd".
9. Sjoch Dibbets (1985: 362-63). Dibbets syn boek is in goeie ynlieding ta de kennis fan 16de-ieuske grammatikale opfettings yn de Lege Lannen. In oare metoade fan lûdbeskriuwing wie de "akoestyske", dêr't spraaklûden ferlike wurde mei bekinde lûden as byg. it gromjen fan in hûn. Gysbert brûkt dy om it lûd yn *kâd* te omskriuwen: "gelijk de Schier-kraey 's winters sneeuw ende ys-vorst-kille uytkeelt" (Breuker 1989, I: 275).
10. Sa noch yn de *Burmania-sprekwurden*, nr. 1 (Brouwer 1940: 110).
11. Loopstra (1935: 127, n. 1) jout: *clinckers* O I 80, 7 (1440), *clinckarts* O I 92, 5 (1443) neist *clinkera* en *klinckerden*. Njonken de *-s* wiist ek it efterheaksel *-art* yn *clinckarts* neffens my op komôf út it Nederlânsk, dat it op syn bar wer út it Frânsk ûntliend hie (ferl. De Vries 1971, s.v. *aard* 2).
12. Jarich Hoekstra wiist my derop dat Harmen Sytstra (1852) syn lêzers opropt en mij de meartals *-s*, dy "basterling", sa folle mooglik, ûnder ferwizing nei de *Grammatica*.
13. De foarmen binne, neffens it wurdboekapparaat yn Grins: *vijf minglen* 1614B (1641D; ca. 1675aG); *mijnglen* [vulgare meum]: *minglen* 1687B Hil; *ien hæel minglen Brandewyn* 1779 C. De gearstalders fan it apparaat hawwe Van Vliet syn attestaasje *mingel* út 1643 (Brouwer/Campbell 1939: 160) oer de holle sjoen. Neffens De Vries (1971) is de etymology fan it wurd ûnbekind. Yn it Midnederlânsk komt *mengel* njonken *menglen* as iental foar.
14. Hoewol't Weijnen ([s.j.]) neat oer dizze meartalfoarm seit, wie soks foar it 17de-ieusk Nederlânsk net ûngewoan, ferl. *Woordenboek der Nederlandsche Taal*, s.v. *heiden*, I,1 ('godloze') en II ('zigeuner'). Ek yn Fryslân kaam sa'n meartal yn it Nederlânsk wol foar, bgl. yn titel en tekst fan *C.G. Schrader's Memory Boeck van de Vrouwens* (eds. Van Lieburg/Kloosterman 1984). Frou Schrader kaam oarspronklik út it greefskip Bentheim.

15. Yn it eksimplaar fan de UBL (710 C 10) is by it rychje útsûnderingen, lykas *goez - giez*, mei pinne (18de ieu?) byskreaun: *bern - bern*.
16. In oar ier foarbyld: *ien graett penning* FBr 52, 10 (1585) (Gerbenzon 1967).
    Oan de stúdzje fan de bûging fan it adjektyf yn it Midfrysk is sûnt Epkema (1824) hast noch neat dien. Kalma (1938: 8-9) fernuvere him deroer dat de auteur gjin *-e*-útgongen hat by de adjektiven. Mar ek it Nederlânsk út de iere 17de ieu wykt yn dat opsjoch ôf fan it Nederlânsk fan no, ferl. bygl. Van der Veen (1905: §§ 53-54). Foar itselde probleem foar ier-19de-ieusk Frysk, sjoch Boersma (1981). Sjoch Van der Meer (1987) foar de útwreide útgong *-(e)n* by Midfryske eigenskipswurden.
17. Der binne lykwols útsûnderingen, ferl. Van der Wal 1988: 246-47.
18. In oar ier foarbyld: *de aade fijuers kant* FBr 49,25 (1573) (Gerbenzon 1967).
    It falt jin op dat Gysbert sawol net-bûgde as bûgde lidwurden yn dy konstruksjes hat (ferl. Epkema 1824: XLV-XLVII). Soene dy bûgde foarmen by him faaks te krijen hawwe mei de ynfloed fan Hollânske skreaune teksten, lykas de Steate-oersetting, of in oare, eardere oersetting fan de Bibel?
19. Brief fan 21 juni 1557 (UBL Facs A 116; 92 fol. 127; brief net publisearre yn De Nelis 1802): Yn Seelân binne in soad heuvels dy't "nostri [appellant], ut scis, Terpas et Vieros" ['dy't by ús, sa'st witst, "terpen" en "wieren" neamd wurde']. Hopper hat de wurden it grammatikale geslacht fan it Frysk meijûn! Oer de net-publisearre brieven fan Hopper, sjoch Tydeman/Dirks (1865).
20. Dy konklúzje wurdt noch stipe troch de datearring fan it earste attestearre foarkommen fan Ndl. *gespuys* (1573), sjoch ûnder, noat 51.
21. "...nam veteres *Franci, Frisij, Saxones* semper **t** pro **d** usurpabant, quod etiam nunc *Frisij* & *Angli* observant. Nam ubi Belgae [...] pronunciant, majores nostri [...] cum aspiratione efferebant".
22. "Ex incuria enim et charactere styli ab ipso Gabbema adornatam facile deprehendes: Ut nostros homines scilicet vel eludat; vel aliorum sententiam expiscetur: ut hominis, otium suum male collocantis, mera sit impostura".
23. Sitearre neffens Bos-van der Heide (1937: 5).
24. Neffens Breuker (1989, II: 60) soe Gabbema ek de auteur wêze fan de oanfollingen op de Fryske sprekwurden yn Feitsma (1956a). Hokke dat krekt binne is my net dúdlik. De sprekwurden yn G dy't D net hat binne lang net altiten orizjineel. In stikmannich komme út Aldfryske teksten, lykas nrs. 632e-k. In protte hat er fan Hilarides tastjoerd krige, en guon farianten hat er fan Junius kopiearre. Mooglik hat er sels ien (nr. 1053a) fan H.[indrik] R.[intjes], de printer, sa't Breuker my no (desimber 1990) meidielt. Ik haw fierders in pear yndikaasjes fûn dat sawol de sprekwurden dy't Gabbema jout – en dat binne folle mear as yn de edysje fan 1641 – as de oare stikjes spoaren fan Súdwestlik kleure Frysk befetsje en dus net fan de Ljouwerter Gabbema wêze sille: D 737 *sm*erre - G *sm*orre; *T72 tr*ottien njonken *tr*ettien. Foar de kritearia, sjoch Miedema (1986). Oars liket my benammen de ferzy oer de Fryske Petiele dy't Gabbema jout, Frysk út it begjin fan 'e 17de ieu te wêzen (ferl. ek de ferzy en kommintaar yn Breuker 1984; dy tekst ek yn Breuker 1989, II: 88-89). In ferliking fan de sprekwurden yn D en G sil noch aardige ferskillen op fonologysk, morfologysk, leksikaal en syntaktysk nivo opsmite, en dêrmei ek dialektyske en gronologyske ferskillen.
25. Foar in parafraze fan de bewuste passaazje, sjoch Feitsma (1967).
26. "Hodie autem occidentales Frisii, incivitatibus, praecipue, ad Brabanticum et Hollandicum sermonem proxime accedunt, cum propter Hollandorum negotiatorum commercia, tum quod Caesar ibi principatum obtinens in summa eorum Curia Brabantos plerunque constituit: qui sua lingua et ius dicunt...". Ik sitearje Gesner neffens Fokkema (1937: 66-67), dy't oars sjen lit dat dy juristen no net daliks Brabanners, mar wol Súdlike Nederlanners wiene. Vries (1988) stipet Fokkema syn befiningen en presisjearret it tiidrek fan Brabânske ynfloed ta 1525 oant 1550.
27. "Diphtongus *EI.* nobis ut & cæteris Belgis pronuntiatur". Oer de terminology fan Belg, Belgysk, etc., sjoch ek noch Breuker (1990: 67, n. 55).

28. As blyk fan Gabbema syn ferbliuw oan de universiteit fan Leien, dat op grûn fan syn ynskriuwing yn it Album Studiosorum yn 1651 datearre wurde moat, kin UBL 754 G 9^{1}/ tsjinje, in edysje fan Corippus Africanus Grammaticus syn *De Laudibus Iustini Augusti Minoris, Heroico Carmine, Libri III* (Antwerpen, 1581), dy't tal fan marzjinale oantekeningen yn syn hân befettet. Op de titelside hat er syn namme en it jiertal ''1651'' skreaun.
29. De titels binne folút: *Satyricon, et div. poetarum Lusus in Priapum, cum sel. variorum commentt. Acc. Pervigilium Veneris, AUSONII Cento nuptialis, Cupido cruci-affixus, atque alia nonnulla, notis doct. vir. inlustrata. Accur. Sim. Abbes Gabbema.* En: *Catullus, Tibullus, et Propertius, et quae sub Galli nomine circumferent, cum sel. variorum commentt., accurante Sim. Abbes Gabbema.* Ien fan de twa eksimplaren fan de Catullus-edysje yn de UBL, 758 F 6, komt út de kolleksje fan Isaac Vossius. Junius hat altiten frij tagong hân ta de biblioteek fan syn omkesizzer, dat wa wit koe er Gabbema al fan namme, foar't er kontakt mei him socht oer it Aldfrysk. Ek Junius sels hat him dwaande hâlden mei Catullus, sa't bliken docht út syn oantekeningen en kollasjonearringen yn [Anon.], *Catullus, Tibullus, Propertius Cum C. Galli fragmentis Serio Castigati* (Amsterdam, 1619) (UBL 755 H 25; ek út Vossius syn biblioteek).
30. Ier-19de-ieuske gelearden binne oars net botte posityf oer Gabbema as klassyk filolooch. Ebert (1830: col. 371) seit oer de Petronius-edysje: ''(*16501)...Enthält nichts Neues von Werth'', en (1821: col. 293) oer de Catullus-edysje: ''(*3766) Noch schlechter u. incorr. [as J.G. Graevius syn edysje út 1680, RHB] ist die Ausg. **cur. Sim. Abbes Gabbema.*'' Oer de Catullus-edysje ferlykje ek Schweiger (1832: 81): ''Werthlose Ausg. Die Scaligerschen Umstellungen sind aufgenommen. Die Anmerkungen sind ohne Umsicht ausgewählt. Incorrect gedruckt.'' En Schweiger (1834: 723) oer de Petronius-edysje: ''Text nach Gonsalez de Salaz Ausg. Enth. e. Auswahl von Noten frühere Erklärer. Werthvolles Eigene hat der Herausgeber nicht beigefügt.''
31. ''Diphtongus *EA.* nobis & Anglo-Saxonibus familiarissima est''. En: ''Diphtongum *EO*, Angli & Saxones nobiscum commaunem (!) habent peculiarem pene ab omnibus gentibus...''.
32. Hopper syn niget foar it Goatysk is net opmurken troch Van de Velde (1966), likemin as troch Meijering (1978), mar al troch Feitsma (1978b: 7).
33. Sibrandus Lubbertus, *De Principiis Christianorvm Dogmatvm Libri Septem* (Frentsjer, 1591), s. 279: ''In Bibliotheca D. Hermanni Comitis de Nevvenar solet extare liber vetustissimus, aureis argenteisque characteribus in papyro exeratus, continens vniversum Nouum Testamentum Lingua antiqua Frisonum, vt idem Aldegundius me docuit. Ex hoc libro idem Aldegundius dicit se habere descriptam orationem Dominicam Frisico vel Saxonico antiquo charactere, qui non multum a Muscouito charactere differre, & ad Græcum accedere videtur. Eius initium est: Atta unsar, etc.'' Ik sitearje nei Feitsma (1978b: 51, n. 12).
34. Marquardus Freherus, *Orationis Dominicae et Symboli Apostolici Alamaniica Versio vetustissima* (s.l. [?Heidelberg], 1609), f. A3v: ''VVihi) Idem Otfridus: *VVih si namo thiner.* Et Frisica vetus: VVaikmi namo thein''. De flater *VVaikmi* ynstee fan *VVaihmi* (*k* foar *h*) wiist út dat Freher hjir út Lubbertus syn boek sitearret. It fernuveret my dat er Vulcanius syn *De Literis* mei al dy ferzys fan it Gebed fan ús Hear net brûkt hat, hoewol't er wol in goeie kunde fan Vulcanius wie.
35. Feitsma (1978b: 16-18) nimt sels oan dat Vulcanius syn boek Gabbema ynspirearre hat, net allinnich by it skriuwen fan T2, mar ek by it gearstallen fan syn Gysbert-edysje. Ik fyn dy oerienkomst tusken de twa boeken mar tige oerflakkich. Gabbema neamt Vulcanius net by syn samling boeken oer Germaanske filology (Feitsma *et al.* 1965, I: [22-30], 85-89), mar al yn syn (ferl. Feitsma 1978a: 95; Breuker 1989, II: 59) *Opdragt* by diel I fan syn Gysbert-edysje (Breuker 1989, I: 249).
36. Lykas bekind jout Vulcanius (1597: 98-99) wol as earste in folsleine Fryske tekst fan it Pater Noster. Yn it eksimplaar fan de Keninklijke Biblioteek hat in hân dy't ik net identifisearje koe by de Krimgoatyske wurdlist op s. 51-53 njonken guon besibbe Nederlânske wurden ek twa Fryske skreaun. It earste wie oant no ta net bekind, neffens my. By *Gadeltha* 'Pulchrum' stiet: 'fris. Gealte, pro G[...]licheit' (lêz: ?Geilicheit?). By *Stega, xxx, treychten* stiet: 'fris. Stig[e] xx'. Wat ik tusken kante heakken set haw, is weiwurden troch it snijen fan de biner.

37. Dit boek hat in protte werprintingen hân, dus de auteur hoecht net perfoarst út de edysje fan 1586 sitearre te hawwen. Ik haw de edysje fan Antwerpen, 1599, rieplachte. De UBL hat fierders noch: Antwerpen, 1609 en Antwerpen, 1628.
38. It is nuver dat oer dat aspekt fan it ûntstean fan de stúdzje fan de Aldgermaanske talen yn de Lege Lannen gjin wurd sein wurdt yn Bakker/Dibbets (1977).
39. "...cui [d.w.s. yn *geantfristet*] in esse videtur Frisiorum nomen, quasi dicat *verfriest*, hoc est, in Frisicam linguam translatum, quemadmodum vulgo dicimus *verduitschen*, pro, in linguam Teutonicam transferre".
40. Yn ien fan de trije eksimplaren fan Merula (1598) dy't de UBL hat, te witten 1140 G 52, makket de troch Breuker (1990: 62, n. 49) oan Hilarides taskreaune hân yn de marzje op s. 5 in opmerking by *stinchen*. Castricomius hie derop wiisd dat dat tiidwurd, lykas Latynsk *olere*, sawol 'swietrûke' as 'stjonke' betsjutte kin. Dêr foeget Hilarides dan oan ta: "Et sic nostri rures loquu*n*tur hodie in Frisia" ['sa sizze ús bûtenlju yn Fryslân it hjoed ek'].
41. "Obseruanda obiter studiosioribus cognatio siue alteratio literarum ph, in simplex p. cui Germani nunc sæpius f, loco aspirationis adiiciu*n*t, in *pfaff*, papa, *pfart*, equus, & smilibus".
42. *F. & PH.* an veteres usi sint ignoramus, quamquam in Gotthica & Francica lingua ejus vestigia supersint ut in verbis *Apheldra, Phenning, Phafh* & omnibus pene verbis in quibus Germani nunc *PF.* utantur. ut *Pfenning, Pfafh Pfaren,* & alibis".
43. "Ut inde conjecturam facere possis, utriusque Alphabetum tibi exhibimus; quos si conferrre libeat, cum majorum nostrorum literis, quos ex veterum sepulcrorum inscriptionibus confectos hic subjectos..." (Ynterpunksje haw ik oanpast).
44. Twaris jout er in Frysk wurd, dy't ik hjir beide mar trochjou, om't se oant no ta oer de holle sjoen binne. Yn in noat op it wurd *luzzudon* 'lytsen (dat.pl.)', út de *Wachtendonckske Psalmen*, tekenet Milius (1612: 154) oan: "*Litells* Angl. *litz* Fris. antiquum ...". Fierders soe *kilte* (s. 93) yn it Frysk '*vir robustus & validus*' ["in sterke, mânske keardel"] betsjutte.
45. Milius (1612: 109-12). Dizze passaazje is net opmurken troch Hoekema (1962); oer dat Atlantyske Fryslân sjoch ek noch Bremmer (1984: 367, n. 16).
46. Sûnt binne beide stikken weiwurden. Se komme net foar op de list fan stikken fan Gabbema, dy't Eekhoff (1868) opmakke hat. It grutste part fan de biblioteek fan de Fryske lânskipsskiedskriuwers is "útinoar spat" op in feiling yn 1819 (Gerbenzon 1989: 24, n. 9).
47. Ik sjoch yn dy opmerking gjin ferwizing nei Junius' *Observationes in Willerami* (Amsterdam, 1655), sa't Breuker (1990: 62, n. 49) hawwe wol. Hie Gabbema de *Observationes* ek mar eefkes ynsjoen dan soe er de taal net as "âld Frysk" bestimpele hawwe. (NB: De foarmen FRIESK en FRENKISK yn it sitaat binne net Nederlânsk mar Frysk!). It is dúdlik in ferwizing nei it foaropwurd yn Merula syn Williram-edysje, sjoch boppe 5.9. Ek Martin Opitz hat dy útjefte wol brûkt by syn Dútske fersifikaasje fan it *Heechliet* út 1627 (Schulz-Behrend 1989: 14, n. 14). Spitigernôch koe ik Goebel (1914) net besette om te sjen oft yn de 17de ieu de Willeram-edysje noch faker brûkt west hat by oersetting en stúdzje fan it *Heechliet*.
48. Gabbema syn eksimplaar, d.w.s. beide boeken yn ien bân, wurdt no bewarre yn de UBL, 1140 G 52, ferl. Breuker (1990: 62, n. 49). Junius (1655:50) wiist oars mei arguminten ôf dat *geantfristot* 'ferfryske' betsjutte soe, lykas Castricomius hawwe woe. Hie Gabbema de *Observationes* al kind, doe't er syn *Hooghelied* skreau, dan hat er Junius syn miening bewust negearre.
49. Yn it petear dat folge op de lêzing waard frege oft it mooglik wêze soe om op grûn fan it Latyn en de styl fan skriuwen út te meitsjen oft T1 en/of T2 al of net fan Gabbema binne. Waterbolk (1952: 122) sinjalearret by Gabbema "een geforceerd beeldend-omschrijvende taal" yn kontrast mei de lykwichtige styl fan de Humanisten; "een barokke taalvorm"; "rhetoriek"; "rumoerig literair effect". De taal fan T1 en T2 beäntwurdet net oan dy karakterisearing, mar is yn tsjindiel bûnich en saaklik. Boppedat, ynhâldlike arguminten soene neffens my swierder weagje moatte as stilistyske om it auteurskip fêst te stellen.
50. Furmerius hat wol Aldfryske rjochtsteksten sammele en kopiearre, dy't oerlevere binne yn de nei him neamde *Codex Furmerius*, sjoch Gerbenzon (1948) en Buma *et al.* (1963).

51. Sjoch De Vries/De Tollenaere (1991), *s.v. gespuis*; datearring basearre op *WNT*. Wat de auteur fan T1 krekt bedoeld hat mei Frysk *jacht* = Brabânsk *uatten [= wat een?] gespuys* is my net dúdlik. Epkema (1821: 181) emendearret ta *catten gespuys*, mar helpt dat safolle fierder?
52. "Si ultima[m] demas literam, hoc est E., habes genus neutrum."
53. "Tanto feliciores sumus nos Barbari Latinis".
54. "(ut ex antiquis legibus Frisicis tam impressis quam manuscriptis, quarum contulimus exemplaria, intelligimus)".
55. Faaks spile him ek de "CXXX jaar" troch de holle, de âlderdom fan de ynkunabel sa't Ubbo Emmius yn 1616 dy ynskat, en dy't Gabbema ek oanhellet – ûnferoare! – yn de "Opdragt" fan syn Gysbert-edysje (Breuker 1989, I: 251), ferl. Meijering (1978: 30-31, n. 41). Ik tankje dizze suggestje oan Henk Meijering.
56. Mei tank oan Marijke van der Wal en Els Ruijsendaal foar ynformaasje oer 16de- en 17de-ieuske grammatika's. Flippus Breuker hat my stimulearre mei petearen en ynformaasje, en hy hat ek in ferzy fan dit stik kritysk hifke op krektens en Fryskens.

BIBLIOGRAFY

Boersma, P. 1981. "De bûging fan it adjektyf by de Halbertsma's", *Us Wurk* 30: 41-48.

Bos-Van der Heide, H.S.E. 1937. *Het Rudolfsboek*. Assen.

Bremmer Jr, R.H. 1984. "Friesland and its Inhabitants in Middle English Literature", yn: N. Arhammar *et al.* (eds.). *Miscellanea Frisica. A new collection of Frisian studies*. Assen. S. 357-70.

Bremmer Jr, R.H. 1989. "Is de Nederlandse meervouds *-s* van Engelse komaf?", *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 28: 77-92.

Bremmer Jr, R.H. 1990. "Late Medieval and Early Modern Opinions on the Affinity between English and Frisian: The Growth of a Commonplace", *Folia Linguistica Historica* 9: 167-91.

Breuker, Ph.H. 1980. "Fynsten en fragen. De lêste en de earste Fryske grêfstien", *Ut de Smidte* 14, 1: 16-17.

Breuker, Ph.H. 1984. "Fynsten en fragen. 'Dij Frieske tafel': in twadde tekst neist Gabbema sines", *Ut de Smidte* 18: 32-33.

Breuker, Ph.H. 1989. *It wurk fan Gysbert Japix. I: Tekst yn facsimile. II: Oerlevering en ûntstean*. Ljouwert.

Breuker, Ph.H. 1990. "On the Course of Franciscus Junius' Germanic Studies, with Special Reference to Frisian", yn: R.H. Bremmer Jr, G. van der Meer en O. Vries (eds.), *Aspects of Old Frisian Philology* (= *Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik* 31-32/ *Estrikken* 69). Amsterdam/Atlanta/Grins. S. 42-68.

Breuker, Ph.H. 1991. "Boekbezit in Friesland tot ca. 1810. Prolegomena bij een onderzoek aan de Fryske Akademy", *Batavia Academia* 9: 17-24.

Brouwer, J.H. 1940. "De Burmania-sprekwurden", yn: P. Sipma, J.M.N. Kapteyn en J.H. Brouwer, *De twadde jiergearkomste fen de Fryske Akademy*. Assen: 82-182.

Brouwer, J.H. en A. Campbell. 1939. "The Early Frisian Studies of Jan van Vliet", *Modern Language Review* 34: 144-176.

Buma, W.J., P. Gerbenzon *et al.* (eds.), *Fryske stikken út de Codex Furmerius, I-II*. Estrikken 33-34. Grins.

Claes, F. 1970. "De benaming van onze taal", *Tijdschrift voor Nederlandse Taal- en Letterkunde* 86: 288-301.

Claes, F. 1979. *Friese woorden in de zeventiende eeuw*. Estrikken 57. Grins.

Dibbets, G.R.W. 1977. "Grammatikale geschriften uit de zestiende eeuw", yn: D.M. Bakker en G.R.W. Dibbets (eds)., *Geschiedenis van de Nederlandse taalkunde*. Den Bosch.

Dibbets, G.R.W. (ed.). 1985. *Twe-spraack van de Nederduitsche letterkunst (1584)* [mei ynlieding, ynterpretaasje en kommintaar]. Assen/Maastricht.

Ebert, F.A. 1821-30. *Allgemeines bibliographisches Lexicon*, I-II. Leipzig.

Eekhoff, W. 1868. "Geschied- en letterkundige nalatenschap van Simon Abbes Gabbema, historieschrijver van Friesland; naamlijst van door hem bijeengebrachte handschriften, historische stukken, brieven, enz. ... met eene levensschets van Gabbema", *De Vrije Fries* 11: 273-342.
Epkema, E. (ed.). 1821. *Gysbert Japicx Friesche Rijmelerye*. Ljouwert.
Epkema, E. 1824. *Woordenboek op de Gedichten en Verdere Geschriften van Gysbert Japicx*. Ljouwert.
Feitsma, A. (ed.). 1956a. *Oude Friesche Spreeck-Woorden, Franeker 1641 synoptysk mei Frysche Bywirden, HS Gabbema, etc.* Estrikken 11. Grins.
Feitsma, A. (ed.). 1956b. *Frysk út de 17de ieu*. Estrikken 15. Grins.
Feitsma, A. *et al.* (eds.). 1965. *Johannes Hilarides en syn Naamspooringen van het Platte Friesk, I-II*. Estrikken 37-38. Grins.
Feitsma, A. 1967. "Ta Gysbert Japiks syn earste brief oan Gabbema", *Us Wurk* 16: 92.
Feitsma, A. 1978a. "De Friesche Rymlerye as boek", *Meidielingen fan de Stúdzjerjochting Frysk oan de Frije Universiteit yn Amsterdam* 3: 81-109.
Feitsma, A. 1978b. *Tussen volkstaal en schrijftaal. Meningen van filologen over het Fries*. Ljouwert.
Fokkema, K. 1937. *Het Stadsfries. Een bijdrage tot de geschiedenis en de grammatica van het dialect van Leeuwarden*. Assen.
Furmerius, B. *Annalium Phrisicorum Libri I-III* (Frentsjer: AEgidius Radaeus).
Gabbema, S.A. (ed.). 1661. *Vigli Zwichemi ab Aytta Epistolae Politicae et Historicae ad Joachimum Hopperum*. Ljouwert.
Gerbenzon, P. 1948. "Codex Furmerius", *De Vrije Fries* 39: 74-90.
Gerbenzon, P. (ed.). 1967. *Friese brieven uit de vijftiende en zestiende eeuw*. Estrikken 42. Grins.
Gerbenzon, P. 1989. "Aantekeningen over de *Jurisprudentia Frisica*. Een laat-vijftiende eeuwse Westerlauwers-Friese bewerking van de *Excerpta Legum*", *Tijdschrift voor Rechtsgeschiedenis* 57: 21-67; 339-74.
Goebel, M. 1914. *Die Bearbeitungen des Hohen Liedes im 17. Jahrhundert*. Diss. Leipzig. Halle.
Grafton, A. 1990. *Forgers and Critics. Creativity and Duplicity in Western Scholarship*. Princeton.
Gumberts, J.P. 1975. "The *Willeram* goes to Print", *Quaerendo* 5: 205-17.
Hoekema, T. 1962. "Fan Friezen, Fϕroyingers en Fríslanda-biwenners", *Us Wurk* 11: 73-96.
Junius, F. 1655. *Observationes in Willerami Abbatis Francicam Paraphrasin Cantici Canticorum*. Amsterdam. Ed. n. Voorwinden. Early Studies in Germanic Philology 1. Amsterdam/Atlanta, Ga.
Kalma, D. 1938. "Ta de lûdleare fen it Middel-Frysk", *De Pompeblêdden* 11: 5-11.
Lieburg, M.J. van en G.J. Kloosterman (eds.). 1984. *C.G. Schrader's Memory Boeck van de Vrouwens. Het notitieboek van een Friese vroedvrouw 1693-1745*. 3de printinge. Amsterdam.
Lithocomus, Ludolffus. 1592. *Grammatica Latina*. Leien. (1ste edysje 1584).
Madan, F., H.H.E. Craster en N. Denholm-Young. 1937. *A Summary Catalogue of Western Manuscripts in the Bodleian Library at Oxford*, Vol. 2, part ii. Oxford.
Meer, Geart van der. 1987. "*It is in dregen baas* (de 'bûgings' *-e(n)* bij eigenskipswurden)", *Us Wurk* 36: 97-111.
Meijering, H.D. 1978. *Oudere Germaanse literatuur als nationaal erfdeel. Nationale motieven bij de bestudering van de Gotische bijbelvertaling, de Oudsaksische Heliand en Genesis, en de Oudfriese rechtsliteratuur*. Amsterdam.
Meijering, H.D. 1986. *Oudfriese kronieken uit het handschrift Leeuwarden RA Schw. 3992*. Co-Frisica 1A-B. Amsterdam/Kiel.
Meinsma, G.L. (ed.). 1983. *Fragmentum Anonymum De Literis Frisicis*. [s.l.] (net yn 'e hannel)
Merula, P.G.F.P.N. (ed.). 1598. *Willerami Abbatis in Canticum Canticorum Paraphrasin Gemina*. Leien.
Miedema, H.T.J. 1960. *Paedwizers fan de Fryske filology*. Ljouwert.
Miedema, H.T.J. 1986. "Oarkonde, dialekt en kaart. Taljochting by in kaart fan Aldfryske dialektfoarmen út 1402-1544", *Us Wurk* 35: 12-26.

Milius, A. 1612. *Lingua Belgica, sive de lingua illius communitate tum cum plerisque aliis, tum praesertim cum Latina, Graeca, Persica, cet.* Leien.
Nelis, C.F. de. 1802. *Joachimi Hopperi Epistolae ad viglium ab Aytta Zuichemum.* Utert.
Oosterhout, M. 1970. "Sibrandus Siccama en it hânskrift Jus", yn: T. Hoekema, Y. Poortinga en J.J. Spahr van der Hoek (eds.), *Flecht op 'e koai. Stúdzjes oanbean oan Prof.Dr. W.J. Buma ta syn sechstichste jierdei.* Grins. s. 95-110.
Sanders, W. 1971. *(Expositio) Willerami Eberspergensis abbatis in Canticis Canticorum. Die Leidener Handschrift.* München.
Sanders, W. 1974. *Der Leidener Willeram. Untersuchungen zu Handschrift, Text und Sprachform.* München.
Schulz-Behrend, G. (ed.). 1989. *Martin Opitz. Gesammelte Werke.* Band IV, 1. Stuttgart.
Schweiger, F.L.A. 1832-34. *Handbuch der classischen Bibliographie*, I-II. Leipzig.
Siccama, S. 1617. *Lex Frisionum sive Antiquae Frisiorum Leges.* Franeker.
[Sytstra, H.] 1852. "Mearfalds-ûtgung *s*". *Iduna*: 58-60.
Tollenaere, F. de en R.L. Jones. 1976. *Word-Indices and Word-Lists to the Gothic Bible Fragments and Minor Fragments.* Leien.
Tydeman, H.W. en J. Dirks. 1865. "Voorlezing over brieven door Jochem Hoppers aan Wigle Aytta in 1554-1561 geschreven", *De Vrije Fries* 10: 152-87.
Veen, J.O.S. van der. 1905. *Het Taaleigen van Bredero, eene bijdrage tot de syntaxis van het Nederlandsch der Zeventiende Eeuw.* Amsterdam.
Venezky, R.L. en A. diPaolo Healey. 1980. *A Microfiche Concordance of Old English.* Toronto.
Vries, O. 1988. "It kanselarijpersoaniel fan it Hof fan Fryslân yn de Habsburchske tiid", *It Beaken* 50: 61-76.
Vries, O. 1989. "Frysk en Nederlânsk as skriuwtalen fan de kleasters yn Westerlauwersk Fryslân", *Us Wurk* 38: 25-42.
Vries, O. 1990. "De skriuwtaal fan de boargers yn Westerlauwersk Fryslân (oant 1550)", *Us Wurk* 39: 77-91.
Vries, O. en M.G. Oosterhout (eds.). 1982. *De Leeuwarder Stedstiole 1502-1504.* Estrik 60. Grins.
Vries, Jan de. 1971. *Nederlands etymologisch woordenboek.* Leiden.
Vries, Jan de en F. de Tollenaere. 1991. *Etymologisch woordenboek.* 15de printinge. Utrecht/Antwerpen.
Wal, M.J. van der. 1988. "Latijn leren en de moedertaal observeren: grammatikale opmerkingen over de volkstaal in het *Exercitium Puerorum* 1485", *Gramma* 12: 243-57.
Waterbolk, E.H. 1952. *Twee eeuwen Friese geschiedschrijving.* Grins.
Waterbolk, E.H. 1980. *Rond Viglius van Aytta. Enige brieven van zijn hand en enige opstellen.* Ljouwert.
Weijnen, A. [s.j.] *Zeventiende-eeuwse Taal.* 5e druk. Zutphen.
Woude, C. van der. 1963. *Sibrandus Lubbertus.* Kampen.
Wumkes, D.A. 1950. "Friesche historiographie in overgangstijd", in: *Earebondel ta de tachtichste jierdei fan Dr G.A. Wumkes op 4 septimber 1949. Boalsert.* S. 210-26.
Wumkes, G.A. 1926. *Bodders yn de Fryske striid.* Boalsert.

Hofkultuer yn Fryslân yn it ramt fan Kalvinisearring[1]

Ph.H. Breuker

Hofkultuer is in aktueel begryp. Undersyk nei de wittenskiplike tradysje fan it wurd is my net bekend, mar dat it de lêste jierren wakker gongber is, docht wol bliken út it mânske boekwurk *Europäische Hofkultur im 16. und 17. Jahrhundert*, dat de mear as hûndert lêzingen befettet dy't yn 1979 op in ynternasjonaal kongres yn Wolfenbüttel holden waarden (Buck 1979). Dêr gong it benammen oer de santjinde ieu, mar it begryp wurdt ek foar de Midsieuwen brûkt, sa't troch *Het woord van eer* fan Van Oostrom út 1987 algemien bekend is. Sels haw ik it yn 1989 brûkt by it typearjen fan it maatskiplik ferbân dêr't it wurk fan Gysbert Japix yn yn te passen is. Ik kaam doe ta de konklúzje dat it fermidden dêr't wurk as sines yn lêzen en wurdearre waard út lju bestie dy't hearden ta de rûnten fan de steedhâlder en fan it Hof fan Fryslân. Om it midden fan de santjinde ieu hinne soe de steedhâlder, dy't mei it Hof in ienheid foar de adel oer foarme, it sintrum west hawwe dêr't yn Fryslân de kultuer - opfette as keunst foaral - op oriïntearre wie. Sûnder it mei safolle wurden te sizzen joech ik dêrmei oan dat kultuer foar my in utering is dy't ynhâldlik yn haadsaak bepaald wurdt troch de mentaliteit fan de maatskiplike elite. Hofkultuer wurdt sa de kultuer fan in tiid dat it steedhâlderlik hof it oriïntaasjepunt fan dy elite wie.

Los fan de polityk wiisde ik it kalvinisme en yn it bysûnder de Neiere Reformaasje oan as it godstsjinstich fermidden dêr't it wurk fan Gysbert Japix yn pleatst wurde moast. Wol seach ik dat beide fermiddens út deselde lju bestiene. Sa kaam it dat ik nei it ôfsluten fan de tekst fan it proefskrift in stelling makke, dêr't ferbân yn lein waard tusken hofkultuer en Neiere Reformaasje. Dy stelling is sa: ''De Nadere Reformatie in Friesland is nauw verbonden met de opbouw van het stadhouderlijk gezag in dat gewest''. Op dat stuit hie ik noch neat fan Heinz Schilling lêzen, alteast net opmurken, dat sa koe it beteare dat syn konfesjonalisearrings-hypoteze my in skok fan werkenning joech. Ik wie ûnderwilens nammentlik ta it ynsjoch kommen dat foarst en kalvinisme nei in lange oanrintiid fan wjersidige ferbûnens by de opbou fan de eigen macht, om de midden fan de santjinde ieu hinne in ienheid foarmen, dy't de Fryske kultuer droech.

It doel fan myn lêzing is dy stelling neier út te wurkjen. It giet my hjir dus net om de literêre of mear yn it algemien: de kulturele uteringen op harsels, mar om de mentaliteit dêr't dy uteringen mei gearhingje. Ik sil earst besykje oan te toanen dat de politike macht yn Fryslân om 1650 hinne yn hannen fan de steedhâlder lei, dêrnei sjen litte dat yn deselde tiid it kalvinisme dêr bloeide en dan as lêste oantsjutte dat doe tydlik de nauwe bân tusken steedhâlderskip en kalvinisme bepalend wie foar it kulturele gesicht fan Fryslân. De stilswijende ûnderstelling dy't ik dêrmei meitsje, dat nammentlik politike macht fan grutte betsjutting foar kultuer is, giet yn it algemien fansels net sûnder mear op - dêrfoar is kultuer te folle ynternasjonaal beskaat - , mar yn dit gefal is dy leau'k wol op syn plak. Hjir giet it ommers om politike macht dy't in dúdlik ideologyske, yn dit gefal kalvinistyske lading hie, en - wat noch belangriker is - dy't de naasje foarme. Ik tink hast dat de

kultuer fan de hjir behannele tiid troch syn nasjonaal karakter in anomaly yn de skiednis fan ús lânstreken west hat. De kultuerperioaden deromhinne (1540-1620, 1670-1770, 1770 oant yn de njoggentjinde ieu) lykje my yn alle gefallen yn haadsaak ynternasjonaal bepaald. Mar dy anomaly is fansels mar skyn, want nasjonale steatsfoarming op konfesjonele grûnslach barde doe krekt rûnom yn Europa.

Oer de Fryske hofkultuer bestiet gjin resinte literatuer, omdat der hast neat oer it Fryske steedhâlderskip skreaun is. De Fryske steedhâlders diele net yn 'e belangstelling dy't sûnt in jier of tsien - tolve, mar benammen sûnt ferline jier, nei de Oranjes yn Hollân útgiet. It ûntbrekken fan oandacht foar it steedhâlderskip yn Fryslân is namste opmerkliker omdat de Fryske adel de lêste jierren wol in soad omtinken kriget. Utsûnderingen binne inkelde publikaasjes fan Karstkarel, dy't foaral oer de wenhuzen geane, en fan Van Tuinen, dy't oer trouwen en ynheljen fan Willem IV skreaun hat. Typearjend foar it plak fan de Fryske steedhâlders yn de Nederlânske skiedskriuwing is it standertwurk *Nassau en Oranje in de Nederlandse geschiedenis* út 1979 (Tamse 1979), dêr't wol alle hollânske foarsten - fan Willem van Oranje oant Wilhelmina - stik foar stik yn behannele wurde, mar dêr't de Fryske mar sydlings yn foarkomme. Karakteristyk foar de jongste literatuer is de oandacht foar in funksjonele analyze fan it steedhâlderskip yn it gehiel fan 'e Republyk. It giet net langer allinne of yn haadsaak oer de persoan of it plak fan de steedhâlders op harsels, mar mear om in sosjologyske analyze fan 'e machtsferhâldingen tusken de ûnderskate groepen en krêften. It seit himsels dat dêrby wolris gebrûk makke wurdt fan Elias syn figuraasjesosjology. Sokke min of mear funksjonele analyzen binne der fan Rowen (1983, 1988), Israel (1983), Van de Klashorst (1986), Van der Plaat (1988) en dan út 1989 fan Schmidt, Prak, Mörke en (noch net publisearre) ek fan Schilling (1989c). By har kin ien neamd wurde, dy't Fryslân behannelet. Dat is Grever, ek út 1989, dy't in artikel oer de faksjes yn 1668 skreaun hat.

Kalvinisearring, it oare begryp út de titel fan myn stik, is - opfette as konfesjonalisearring - gjin gongber begryp yn 'e Nederlânske literatuer. Ik moat dêr dan ek wat langer by stilstean om myn stânpunt te ferdúdlikjen. It begryp konfesjonalisearring is in jier of tsien lyn troch Reinhard en Schilling foar it earst útsteld as oantsjutting foar in maatskiplik proses dat yn 'e sechstjinde en de santjinde ieu en benammen tusken 1570 en 1620/30 karakteristyk wie foar Dútske foarstedommen en ek oars yn Europa, en dat bepaald waard troch it yninoar gripen fan steat en tsjerke. Sy ferienigje yn har konsept fan konfesjonalisearring it troch Oestreich yn 'e jierren sechstich ûntwikkele begryp fan sosjale dissiplinearring en dat fan Zeeden út deselde tiid fan 'e ''Konfessionsbildung'', en achtsje it likegoed fan tapassing op it kalvinisme as op it luteranisme en it Trentse katolisisme (cf. Po-chia Hsia 1989, 2-3). Winliken binne it allinne Schilling sels en - kritysk - syn meiwurker Mörke dy't it op 'e situaasje yn Nederlân tapasse, dêr't it dan dus om kalvinisearring giet. Yn ús lân wurdt de tsjerkeskiednis mear teologysk en dogmatysk ûndersocht, en net as politike funksje. In útsûndering foarmje Geyl en Rogier, dy't it begryp protestantisearring brûke om oan te jaan dat it kalvinisme fan oerheidswege systematysk befoardere is. Dat is dus mar ien kant fan 'e konfesjonalisearring, sa't Schilling dy opfettet. De wjersidige ôfhinklikheid ûntbrekt der-

oan. Wol is fansels algemien bekend en akseptearre dat de kalvinisten - ik brûk dat wurd hjir en tenei altyd foar de rjochtsinnige kalvinisten - oant de midden fan de santjinde ieu, doe't der ek oare rjochtingen kamen, steedhâldersgesind wienen, mar dan giet it om kalvinisten en net om kalvinisearring.

De bân tusken steedhâlder en kalvinisearring is net earder ûndersocht. Schilling en Mörke hawwe wol beide in stúdzje oer it steedhâlderskip skreaun, mar dêryn gjin ferbân mei kalvinisearring lein en yn har stúdzjes oer konfesjonalisearring ûntbrekt op syn bar wer de steedhâlder. Dat hinget grif gear mei it feit dat se har ta stêden en foaral ta Hollân bepale, dêr't net de steedhâlder, mar it regintepatrisiaat foar master opsloech. Adel en steedhâlder hiene dêr net folle macht. By tapassing op Fryslân sille krekt dy beide alle oandacht hawwe moatte. In oar beswier, ynbrocht troch Mörke, tsjin Schilling syn konfesjonalisearringshypoteze, dat folle slimmer is, diel ik net. Neffens Mörke soe it begryp yn Nederlân allinne op 'e begjinfaze fan de Opstân fan tapassing wêze, oant en mei de stichting fan de Uny en it *Plakkaet van Verlatinghe* (1581), mar fierdere konfesjonalisearring soe ôfstuite wêze op 'e multikonfesjonaliteit fan 'e Republyk. It ûntbriek oan in ienheidselite. Boppedat holden neffens him twa ideologysk bepaalde groepen - de tolerante humanisten en de monopolisearjende kalvinisten - inoar yn it lykwicht. Op it nivo fan 'e gewesten giet Mörke net yn, by de stêden merkt er al neigeraden de multikonfesjonaliteit grutter of lytser is ferskil op tusken Haarlem, ûndersocht troch Spaans 1989, dêr't de magistraat him yn it ûndersochte tiidrek (dat is fan 1577 oant 1620) boppe de konfesjes stelde, en Grins, dat Schilling sels bestudearre, en dêr't om 1660 hinne tsjerke en magistraat in hechte ienheid foarmen (Schilling 1985).

Tsjin Mörke syn beswieren is wol wat yn te bringen. Schilling (1989a,96) sels sinjalearret yn Hollân in selde lykwicht en in selde akseptaasje fan multikonfesjonaliteit sûnder dat dat foar him in reden is om syn konfesjonalisearringshypoteze op te jaan, want by alle frijheid op godstsjinstich, kultureel, ekonomysk en maatskiplik gebiet wie de polityk keppele oan 'e publike steatstsjerke, in keppeling dy't er ''das tragende Skelett'' neamt. In oar beswier tsjin Mörke - en dat jildt ek tsjin Schilling - is it wurkjen mei de tsjinstelling humanisten - kalvinisten. Miskien wie de tolerânsje - it skaaimerk fan it humanisme yn har fisy - wol oars net as in praktyske konsekwinsje fan de needsaak om mei ferskil yn leauwe rekken te hâlden. Boppedat giet it by konfesjonalisearring om macht en leit it dus mear yn 'e reden om yn stee fan in ideologyske tsjinstelling in ferskil yn organisaasje fan politike macht sintraal te stellen. De faktoaren wurde dan reginte-patrisiaat, adel en steedhâlder.

Frjemd genôch hat Mörke yn syn krityk op Schilling de posysje fan 'e steedhâlder net behannele. Dat docht jin nij omdat er yn syn stúdzje oer it steedhâlderskip oanwiist hoe't dat steatkundige yntegraasje befoarderet. Schilling (1987) hat sels nammers ek yn syn analyze fan de opfettingen fan Ubbo Emmius en oare kalvinisten yn Emden en Grins om 1600 hinne, gjin rekken holden mei de steedhâlder. Hie er dat wol dien, dan hie er witten dat Emmius c.s. mei har anti-tolerante opfettingen op godstsjinstich gebiet de polityk fan Willem Loadewyk stipen, dy't út wie op kalvinisearring fan 'e stêd Grins (Woltjer 1976a, 231) en dan hie er grif foarsichtiger west om yn har berop op Fryske frijheden gelikenis te sjen mei wat er it republikanisme fan 'e Hollânske reginten neamt. Dat Emmius-en-dy neat fan 'e

Hollânske akseptaasje fan de multikonfesjonaliteit hawwe moasten, seit er nammers sels (1987,428). It stedsrepublikanisme dêr't Schilling mei wurket, is op himsels ek al in diskutabel begryp. Neffens algemien betinken fan ûndersikers as Kossmann (1960), Van de Klashorst (1986) en Mout (1988) hat der foar de twadde helte fan 'e santjinde ieu amper of gjin republikanisme yn 'e Republyk bestien. Yn Hollân waard ek fûn dat in steedhâlder nedich wie om it sykjen fan it eigenbelang troch de aristokrasy tsjin te gean. Ik keppelje akseptaasje fan multikonfesjonaliteit en antimonargisme dan ek leaver oan reginte-patrisiaat as oan stedsrepublikanisme, in begryp dêr't it besteansrjocht my net foldwaande fan oantoand liket te wêzen. Ik sil hjir dan ek wurkje mei it begryp kalvinisearring en mei steedhâlder, adel en regintepatrisiaat as maatskiplike kategoryen.

Nei dy posysjebepaling yn 'e diskusje oer de begripen hofkultuer en konfesjonalisearring kom ik no op it earste part fan myn analyze, dêr't ik yn oantoane wol dat de Fryske steedhâlder yn 'e midden fan de santjinde ieu it fitale sintrum fan 'e politike krêften west hat. Om te begjinnen kin yn it algemien opmurken wurde dat Fryslân it iennichste gewest yn 'e Uny west hat dat altyd in steedhâlder hie. It wie ek it iennichste dat de needsaak fan in steedhâlder bepleite, doe't de Grutte Fergadering him yn 1651 by it antisteedhâlderlike stânpunt fan Hollân dellei. Soevereine macht hie de Fryske steedhâlder net, dy lei by de Steaten. Dochs wie de adel bang dat er nei soevereiniteit stribbe. Ik haw yn myn dissertaasje foarbylden neamd út 1635 en 1658 (Breuker 1989, II 205 en 65). Oer de soevereiniteit is dêrom it lêste wurd noch net sein. Van de Klashorst (1986) skriuwt wol dat der yn 'e Uny gjin ferskil fan miening oer bestie en dat it probleem de ferdieling fan macht wie, mar yn Fryslân libbe it idee dat it Fryske folk in keningsfolk wie om de midden fan de ieu sterker as in skoftlang it gefal west liket te hawwen en ditkear ferbûn oan 'e steedhâlder.[2] Gysbert Japix brûkte yn 1654 it motyf fan Ronixa, dochter fan Hengist, dy't troude mei Vortigern, de Ingelske kening, yn in allegoarysk leafdesfers op 'e Akte fan Seklúzje, en - om noch in sprekkend foarbyld te neamen, ek al yn ferbân mei it keninklike Ingelân en foar't neist ek wol út de jierren fyftich - fan Karel I hong om 1700 hinne in portret yn it steedhâlderlik hôf, der't er op útbylde wie yn Fryske klaaiinge. Kossmann (1987, 168) hat derop wiisd hoe't yn 'e oantsjuttingen dy't se foar har oanhingers brûke útkomt dat Willem Loadewyk tichter by de politike tsjinstellings belutsen wie as Willem Freark, dy't dynastike trekken hie. Dat koe ek hast net oars, nei al dy beneamingen fan greven út it slachte fan Nassau, nei de persoanlike offers foar de Uny (Ernst Casimir en Hindrik Casimir stoaren beide yn 'e striid), nei it opnimmen fan Willem Freark yn 'e Dútske ryksfoarstestân yn 1654 en mei de sibskip fan de steedhâlders mei Ingelske en Dútske foarstehuzen.

Selsstannige macht hie de steedhâlder yn teory net folle. Hy siet yn de belangrykste kolleezjes fan it gewest en mocht de sittingen fan 'e Rie fan Steate bywenje, hy hie ynfloed op 'e beneamingen fan leden fan it Hof en fan de measte stêden (net fan Ljouwert en Frjentsjer), mar hy mocht gjin besit yn it gewest hawwe. Mar troch it feit dat er oeral yn siet, wie er goed ynformearre en koe er foar in slachfeardich belied soargje.

Syn measte macht ûntliende er lykwols oan it ferlet dat de feitlike machthawwers fan him hiene. Dat wie de adel. Hof en stedsmagistraten wiene foar in be-

langryk part yn hannen fan de steedhâlder, mar de adel hie alle gritenijen yn 'e macht en oerhearske yn de Steaten de stêden mei trije tsjin ien stim. Yn gjin inkeld oar gewest hie de adel safolle macht as yn Fryslân. Yn Grinslân, Oerisel, Gelderlân en Utert dielden adel en stêden de macht, yn Seelân en foaral yn Hollân wiene de stêden fierwei it machtichst. Yn Hollân hie de adel mar ien stim, en de stêden achttjin. Hollân en Fryslân wiene yn dit opsicht dus utersten. Nettsjinsteande syn feitlike macht, hie de adel de steedhâlder struktureel nedich. De ferhâlding tusken beiden lit him goed beskriuwe mei it ''keningsmeganisme'' dat Elias foar Frankryk beskreaun hat. Yn Fryslân wie ek in duorjende machtsstriid tusken twa elitegroepearringen (cf. Schmidt 1989, 54). De adel wie nammentlik ferdield, omdat dy ûnder inoar stride moast om de grytmanskippen, dêr't te min fan wiene om alle gadingmakkers te plak te krijen. Oare funksjes bûten dy't wer fan it grytmanskip ôfhongen, ambiearre de adel amper, op militêre nei, mar dy foelen ûnder it sizzenskip fan de steedhâlder. Om grytman te wurden waarden 'ligues' foarme, dy't sa'n ferskaat oan belangen ferienigen, dat ienheid allinne op it nivo fan 'e partijpolityk yn Unyferbân ûntstie, dat wol sizze ûnder de neamer fan steatsgesinden en prinsgesinden. It gefolch wie dat de steedhâlder altyd de helte fan 'e adel efter him hie. As nammentlik in faksje te machtich drige te wurden, keazen guon de oare kant. Oft de steedhâlderlike faksje dat ek die, haw ik gjin foarbyld fan fûn, mar fan it omkearde gefal is Karel Roorda, grytman fan Idaarderadiel en âldomkesizzer fan de bekende sechstjinde-ieuske Karel Roorda, in foarbyld. Dy wie steatsgesind, mar keas neffens syn eigen ferklearring yn 1668 dochs foar Albertina Agnes en tsjin Aylva, de lieder fan de steatsgesinde faksje, om sa mear lykwicht yn 'e faksjes te hâlden. Ferantwurdlik fiele foar Unypolityk die Roarda him yn sa'n gefal net. Hy redenearre dat Hollân wol machtich genôch wie om antisteedhâlderlike polityk oan oer te litten (Grever 1989, 23).

Noch om in oare reden hie de adel de steedhâlder nedich. Om sels safolle mooglik baas te bliuwen, moast Hollân, it machtssintrum fan 'e Republyk, sa min mooglik ynfloed hawwe. Hoe mear oft yn Fryslân sels besletten wurde koe, hoe selsstanniger oft de posysje fan de adel bleau. Benammen nei 1633, doe't de Hollânske steedhâlder net langer greep op it machtich Amsterdam hie (Israel 1983), en alhiel nei 1650, doe't der gjin Hollânske steedhâlder mear wie, koe de Fryske steedhâlder in ynstrumint wurde om mei help fan oare gewesten fia de Steaten Generaal de macht fan Hollân oan bannen te lizzen. Sa waard de soevereiniteit fan 'e Steaten befoardere troch it bestean fan in steedhâlder.

De faksjestriid wurke ek noch yn in oar opsicht yn it foardiel fan de steedhâlder. Troch it folk waard hy nammentlik sjoen as dejinge dy't tsjin de kûpjende adel it algemien belang behertige. Neffens Emmius - en Schotanus (1655) sei it him nei - wie it kûpjen nearne sa slim as yn Fryslân. Dat kin ek wol útkomme, want de adel (dêr't se op doele) hie hjir in soad macht te ferdielen, mear as yn oare gewesten dêr't de stêden mear stim hiene (al wie 't dan altyd noch te min om de hiele adel tefreden te stellen). Gysbert Japix, dy't mear as ienris it kûpjen as sûnde oanwiist, hat yn *Egge, Wyneringh in Goadsfrjuen* in hiel fers oan it ûnderwerp wijd. De strekking fan it gedicht is ommers dat de adel mar better yn frede en godsfreze op it eigen lân wenje kin, sûnder om te sjen nei heger steat.

Sa koe de steedhâlder it symboal fan de Fryske ienheid wurde. Hy fertsjintwurdige de naasje. Dat docht ek bliken út alle gelegenheidspoëzy dy't op him skreaun

waard. Gysbert Japix bygelyks tekenet him yn bertedichten op bern fan Willem Freark en Albertina Agnes as de eare fan it gewest. Op net ien waarden safolle gelegenheidsgedichten en oraasjes skreaun. It sjenre liende him by útstek foar de lof fan 'e steedhâlder, omdat it in represintative funksje hie (Drees 1986). Hoe fansels oft it spriek dat der op him gelegenheidsfersen makke waarden, komt wol út yn in berjocht yn 'e *Hollandtsche Mercurius* fan augustus 1654: ''Zijn Gen. Graef Willem van Nassau keerden insgelijckz weder na sijn residentie Stadt Leeuwaerden, daer hem de Borgerij in de Wapenen, de Vrienden met vreughde, en de Latinisten met hare Lofrijmen verwillekomden''. De adel dêrfoaroer ferlear oan eksklusiviteit, omdat der hieltyd mear gelegenheidsfersen op lju út it stedspatrisiaat kamen. Dat lit him dúdlik sjen oan de opkomst yn 1640 fan lyk- en begraffenisdichten foar it patrisiaat, dy't fan de gelegenheidspoëzy it measte mei status te krijen hawwe. Bûten it Frjentsjerter Akademyfermidden is it earste fan datsoarte fersen dat ik ken, ien op 'e dea fan Meinardus van Aitzema út 1640. Oant 1660 binne fierders guon oerlevere op leden fan 'e famyljes Van Viersen (1641), Gualteri (1653, ca. 1656), Saeckma (ca. 1657) en Geldorp (ca. 1656, 1659) en fierders noch op ds. Livius Hilarius (1656).

Ik slút hjirmei it earste part ôf. De analyze fan 'e politike ferhâldings sa't ik dy hjir jûn haw, slacht op 'e midden fan 'e santjinde ieu. Earst nei 1637 nammentlik koe de steedhâlder it symboal fan it Frysk nasjonalisme wurde. Mei help fan 'e Steaten Generaal waard doe nei lange jierren fan spanning de macht fan 'e steedhâlder fersterke en dy fan de adel brutsen (Breuker 1989). Sa seach ek Karel Roorda it yn 1668.[3]

Ik kom no op it twadde part fan myn ûnderwerp, dêr't it giet om oan te toanen dat it kalvinisme om 1650 hinne yn Fryslân bloeide. Dy opfetting is net algemien. Ik begjin mei oanwizingen dat de reformearre tsjerke om 1650 hinne al folkstsjerke wurden wie. Yn it algemien kin wiisd wurde op de navenant sterke posysje fan 'e reformearre tsjerke yn Fryslân yn ferliking ta de Uny as gehiel. Fan de 1200 dûmnys dy't neffens Groenhuis 1977, 37 de hiele Republyk yn 1650 telde, wurken (oan Romein te sjen) twahûndert yn Fryslân, ien op 'e seis dus. De ferhâlding yn ynwennertal wie net ien op seis, mar ien op tolve. In protte dûmnys hoecht noch net in soad lidmaten te betsjutten, mar ek dy wiene om 1650 hinne foar 't neist al machtich. Der wurdt wol tocht dat de protestantisearring lang hingjen bleaun is yn lytse oantallen lidmaten. In reden soe wêze dat de tsjerke suver holden wurde moast. Oars as Schilling sjogge guon as Duke en Bergsma de tsjerklike sensuer net yn relaasje ta politike ferwevenheid fan steat en tsjerke, mar as in middel om dy suverheid te berikken en dat soe massale belangstelling om lidmaat te wurden opkeard hawwe. It is dúdlik dat it tal lidmaten yn it begjin fan de ieu noch lyts wie, mar om 1650 hinne moat de situaasje radikaal feroare west hawwe. De reformearre tsjerke hie doe foar 't neist al de omfang sa't dy út 'e achttjinde ieu bekend is. Dat is by it ûntbrekken fan gegevens net oeral nei te gean, mar bygelyks wol foar Boalsert. Dêr wiene yn 1603 216 lidmaten en yn 1661 - fan oare jierren binne gjin sifers oerlevere - 1117.[4] Likernôch ien op de trije ynwenners moat doe lidmaat west hawwe, want yn 1672 hie Boalsert 3294 ynwenners (Faber 1973, 30). Rekkenet men dat der likefolle lju ûnder de tweintich as derboppe west hawwe, dan soe likernôch twa tredde part fan 'e folwoeksenen yn Boalsert yn 1661 refor-

mearre west hawwe. Sels yn dat plak, dêr't nei alle gedachten gâns roomsken wennen, wie de mearderheid fan 'e befolking om 1650 al reformearre. Dêr wie doe in situaasje berikt dy't yn de oardel ieu dêrnei amper mear feroarje soe. Yn 1796 wiene nammentlik 64,2% fan de ynwenners reformearre, 3,7% mennist en 29,8% roomsk (Faber 1973, 428-429).

Mar de reformearre tsjerke yn Fryslân wie om 1650 hinne net allinne folkstsjerke wurden, it wie nei alle gedachten ek in ienheidstsjerke, dy't - rekkene fan Dordt ôf - noch net op'en nij troch rjochtingestriid ferdield wie. Yn in rekonstruksje fan it geastlik fermidden fan Gysbert Japix dy't ik yn 1980 makke haw troch nei te gean foar wa't de lofdichters fan it stichtlik wurk fan ds. Rippertus Sixti noch mear drompelfersen skreaun hawwe, kom ik ta sa goed as deselde lju as dy't Op 't Hof yn 1989 lâns oare wei yn Fryslân oanwiist as fertsjintwurdigers fan de Neiere Reformaasje. Dy hat syn kar basearre op de ynhâld fan oarspronklik stichtlik wurk dat as selsstannige publikaasje ferskynd is. Hy neamt gjin jierren fan publikaasje, mar it lit him maklik neigean dat it wurk dat hy as hearrende by de Neiere Reformaasje oanwiist, útkommen is tusken 1630 en 1680 en benammen tusken 1640 en 1670. No is it opmerklik dat der bûten de stichtlike skriuwers dy't hy neamt, amper oaren yn Fryslân wiene, dat men kin globaal sizze dat hiel reformearre Fryslân om 1650 hinne ta de Neiere Reformaasje heard hat. Hiel Fryslân: ek de maatskiplike elite. Fan de neamde rûnte om Rippertus Sixti hinne makken ek de Glinstra's, Van Viersens, Jongestallen en Van Harens diel út. En ek alle foarnaamste skriuwers. Bûten Baardt, dy't yn 1644 stoar, wiene dat Geestdorp, Fonteyne, Gutberleth, Neuhusius, Bouricius, Gabbema en Brunsvelt.

De literatuer yn Fryslân waard dus ek skreaun troch lju fan 'e Neiere Reformaasje. Wat Strengholt en Op 't Hof al tsjin Graafland (en fia him tsjin Huizinga, op wa't dy him beropt) ynlein hawwe, dat nammentlik de Neiere Reformaasje yn Nederlân net kultuermijend wie, stiet foar Fryslân wol fêst. Mar men kin it ek positiver sizze. It hjit faak dat de Nederlânske kultuer fan 'e santjinde ieu humanistysk wie en net kalvinistysk. Lykas bekend hat Huizinga dat byld populêr makke. Van Deursen (1986) hat wiisd op it tsjinstridige yn Huizinga's fisy: de bloei fan 'e kultuer foel gear mei de bloei fan it kalvinisme, se dielden ek har delgong yn 'e twadde helte fan de santjinde ieu, wylst doe it humanisme dat de bloei fan 'e kultuer feroarsake hawwe soe, just sterker waard. Van Deursen lost it probleem op mei de stelling "dat de rivaliteit tussen een levenskrachtig humanisme en een gezond calvinisme de beschaving omhoogstuwde, en dat de goede tijden voorbij waren, toen het calvinisme niet meer in staat bleek volwaardig partij te geven".

Ik sjoch in oare mooglikheid, dêr't ik mei beslute wol. Hjir wol ik wat sizze oer de hâldberheid fan de tsjinstelling humanisme - kalvinisme as dy tapast wurdt op 'e santjinde ieu. Schutte (1988) hâldt dy tsjinstelling foar in stereotype út 'e njoggentjinde ieu. As - soe ik dêroan tafoegje wolle - de tsjinstelling tusken dogmatyske kalvinisten en tolerante humanisten yn 'e santjinde ieu al bestien hat, dan giet it om in ferskil yn reklikheid, ferdraachsumheid of hoe't men it mar neame moat, mar net om in ferskil yn geleardheid, dat ek in belangryk faset fan humanisme is. Stichtlik wurk as fan Brunsvelt hat in heech yntellektueel nivo. Lykas de kristlike literatuer is it troch ende troch basearre op 'e klassiken, net oars as it Neolatyn. It is sels sa dat koartlyn de anti-ciceroniaanske styl, dy't troch de ge-

sachhawwende fisy fan Morris Croll algemien foar libertynsk en humanistysk holden waard, as in spesifyk kristlike skepping opfette is. Dy nije fisy op in ferheven, pasjonearre styl wurdt ûntwikkele op grûn fan retoaryske hânboeken, mar de skriuwster - Shuger (1988) - ferwiist ek nei preken en meditaasjes fan Donne, Hall en oaren en de Fryske lêzer moat tinke oan de pasjonearre psalmberiming fan Gysbert Japix. Shuger datearret dy kristlike styl tusken 1550 en 1650, krekt yn deselde tiid dus as de konfesjonalisearring.

No kom ik op it tredde en lêste ûnderdiel fan myn stik, de ferbining fan steedhâlderlike macht en kalvinistyske bloeitiid. Dy beide hawwe neffens my in dominante ienheid foarme tusken 1620 en 1660. Ik sil earst yngean op de feroaringen om 1620 hinne en dan dy om 1660 hinne oantsjutte. 1620 nim ik as in rûn jier by 1618-1619, doe't de Synoade fan Dordrecht in kearpunt yn 'e politike en godstsjinstige skiednis fan 'e Uny betsjutte, mar yn Fryslân leit it kearpunt al yn 1616 (Breuker 1984, 418). Dordrecht hold neffens my de ein yn fan in troch it sechstjinde-ieuske humanisme droegen godstsjinstich pluriforme politike ienheidselite, dêr't de adel de toan yn oanjoech, en betsjutte tagelyk it begjin fan in eksklusyf as kalvinistysk ynterpretearre Republyk, dêr't de steedhâlder de sintrale figuer fan wie. Dy opfetting is yn striid mei Woltjer sines, dy't seit dat de wegen al yn 1580 definityf útinoar gongen. Hy is fan betinken dat der fan dat stuit ôf gjin plak mear wie foar de middengroepen: ''Vanaf het einde van de zeventiger jaren bestond de tegenstelling die wij zo goed kennen, de tegenstelling van staatsgezind en protestant tegenover katholiek en Spaansgezind. De Pacificatie (fan Gent yn 1578) was de laatste poging geweest om aan dat dilemma te ontkomen'' (Woltjer 1976b, 321). Ik mien dat der hiel wat tsjin yn te bringen is. Grûnslach fan de ienheid oant 1620 sa't ik dy sjoch, wie it mienskiplik ferset tsjin de sintralisaasjepolityk fan Spanje. Mout (1979, 34-45 en 45-46) bygelyks hat derop wiisd dat de Steaten Generaal yn 1581 de godstsjinst net as motyf foar de opstân neamd hawwe. Men soe, sa liket my ta, de stichting fan 'e Uny sjen kinne as de lêste stap yn in proses fan ferselsstanniging, dat begûn wie mei de foarming fan de Boergondyske Kreits yn 1548 (in skepping fan de Fries Viglius van Aytta; Postma 1983) en dat neier foarm krigen hie yn de aartsbiskoplike yndieling fan 1559, dy't ek net bûten Viglius om gien wie (cf. Postma 1990, 19). Roomsken koene har yn 'e Uny thúsfiele omdat dy sawat deselde grinzen as it aartsbisdom Utrecht hie. Foar roomske Friezen kaam dêr noch by dat it aartsbisdom fierhinne gearfoel mei it âlde Fryslân út 'e tiid fan kening Redbad. Suffridus Petrus, de roomske lânskipsskiedskriuwer fan Fryslân, oansteld yn 1591, tocht teminsten sa, sa't bliken docht út in passaazje yn syn *De scriptoribus* (1593). Wol hy - ik helje hjir de wurden fan Waterbolk (1952, 87) oan, dy't se brûkt om sjen te litten dat it boek troch in roomskenien skreaun is - Wilhelmus Canter ûnder de Fryske skriuwers rekkenje, dan redenearret er sa: Canter, te Utrecht berne, is de soan fan âlden, dy't út Ljouwert en Grins komme; Ljouwert en Grins lizze tsjintwurdich yn Fryslân, Utrecht foarhinne; Utrechters, Friezen en Grinzers binne lângenoaten, want sy bewenje in mienskiplik aartsbisdom.

Yn de kultuer lit him ek op mear as ien plak dy ienheid oanwize. Op it gebiet fan 'e literatuer bygelyks kin wiisd wurde op de Ljouwerter rederikerskeamer, dy't noch yn 1618 roomske stikken opfierde (al waard dat doe dan ek har ûndergong).

In oar foarbyld is de poëzy fan Johannes Fungerus, rektor fan Latynske skoallen, en stoarn yn 1614. Hy makket syn gelegenheidsfersen likegoed foar roomsken as foar reformearren. In oar kultuergebiet dêr't de humanistyske pluriformiteit oan 1620 ta yn oan te wizen liket, is de historiografy. Waterbolk (1952, 180-184) lit sjen dat de apokrife, aadlik oriïntearre skiedskriuwing dy't yn it lêst fan 'e sechstjinde ieu by roomsken as Andreas Cornelius en Suffridus Petrus opkomt, ek noch neiwurket by Furmerius en Winsemius (1622).

Op polityk gebiet kin de ienheid fan de sechstjinde-ieuske kultuer ek oanwiisd wurde. It oantreklike yn dit gefal is dat it ferbrekken fan de ienheid sichtber makke wurde kin. It giet om 'e skiednis fan it begryp patria en wat dêr oan ôfliedingen en oersettingen fan bestie. It wie yn oarsprong in sechstjinde-ieusk konsept, dat mei syn klassike glâns fan 'e Romeinske tiid tige brûkber wie om as steatkundich ûnbeleste term de bining tusken de opstannelingen oan te jaan en te befoarderjen. Ek de saneamde politiken, dy't wol tsjin Spanje, mar net tsjin Rome wienen, koene har dêryn fine. It sukses docht wol bliken út it feit dat Willem van Oranje al gau de ''vader des vaderlands'' neamd waard en Willem Loadewyk ''Hayte'' (Trigland 1650, 1159). Eksklusyf kalvinistysk wie de oantsjutting net. Schilling (1989a, 92) neamt ûnder ferwizing nei Münch (1982) dat de opfetting fan 'e heechste oerheid c.q. de foarst as heit yn 'e sechstjinde en santjinde ieu algemien wie yn Europa, net spesjaal bûn oan in bepaalde godstsjinst. Sa neamt de Ljouwerter rederikerskeamer Willem Loadewyk justjes foar 1618 ''ons vader''. Dat bart yn in fers fan Starter, dêr't fan godstsjinst net rept wurdt. Doe moat patria c.a. oars al in spesifyk kalvinistyske lading krigen hawwe. Kossmann (1987, 167) wiist op it gebrûk dat Willem Loadewyk der yn 1617 fan makke. Foar de Fryske steedhâlder binne de ''goeie patriotten'' de lju dy't steat en godstsjinst frijmakke hawwe en dy't noch foar de frijheid steane. Oars as Kossmann, dy't immen dy't yn 1627 deselde formulearring foar deselde ynhâld brûkte, ''oldfashioned'' neamt, liket my dat earder in frij nije opfetting ta, ûntstien yn 'e tiid fan it Bestân mei syn polarisaasje fan remonstranten en kontra-remonstranten. Doe waard de Opstân net langer sjoen as in konflikt tusken foarst en Steaten, mar as in godstsjinststriid. Fan 1620 ôf krigen de kontra-remonstranten (dy't ik hieltyd bedoel as ik kalvinisten sis) de politike romte om de Uny - dy't sy no claimden as har skepping - út te bouwen. De Nassaus en de Oranjes waarden foar har de Makkabeeën fan ''Neerlandts Israel'', sa't se de Uny graach neamden. Groenhuis (1985) hat der al op wiisd dat Van Reyd, de sekretaris fan Willem Loadewyk, dy Makkabeeën al neamt, en ek dat syn omkesizzer Van den Sande, riedshear fan it Hof, soks yn syn ferfolch op 'e skiednis fan Van Reyd nochris spesjaal foar Willem Loadewyk docht. Men kin dêr Schotanus oan tafoegje, dy't de opdracht fan syn *Beschrijvinge* út 1655 beslút mei de bea dat Willem Freark en 't hiele ''geslacht der Helden van NASSAU end ORAENIEN, als af-comelinghen van de Nederlandtsche Machabeen'' seinige wurde meie.

Oan oare dingen is ek te fernimmen dat de kalvinisten fan 'e midden fan de santjinde ieu sterk út 'e tiid fan 'e iere Opstân wei oardielen. Sa neamt Gabbema, as er it om 1660 hinne oer Menso Poppius hat dy't yn 1566 de earste preek yn Snits hold, dat Paulus Mensonis, dûmny te Lekkum (en Neiere Reformaasjeman, sis ik derby) in betoerpakesizzer fan Poppius wie.[5]

Miskien moat sa ek ferstien wurde dat Geestdorp yn 1644 de âlde Rippertus

Sixti ferliket mei de ûndergeande sinne, dy't er leaver hat as de opgeande. Mei de rizende sinne soe er dan in nije rjochting yn it kalvinisme bedoeld hawwe kinne. Yn Fryslân is dy neffens my net te sykjen, sa't út it foargeande wol bliken docht, mar faaks hat Geestdorp it each op Hollân. Oft him doe yn 1644 al in ferskil ûntwikkele hie tusken de (ortodokse) kalvinisten yn Fryslân en Hollân yn 'e hâlding foar de Uny oer is net bekend, mar dat it der yn 1668 yn alle gefallen al wie liket wol wis, want in opfetting as fan Jacobus Lydius út dat jier hat yn Fryslân - as dy dêr al libbe hat - grif net algemien west. Lydius sjocht de Republyk net mear as in jonge steat, mar as fuortsetting fan in tradysje dy't rikte oant yn 'e tiid fan 'e Batavieren en Kossmann, op wa't ik my basearje, achtet dy miening karakteristyk foar de kalvinisten yn Hollân. Foar Fryslân is grif Schotanus karakteristyk, en dy lit der yn 1655 gjin twivel oer bestean dat de Republyk mei de opstân begûn is. Jong fynt lykwols ek Schotanus de Republyk net mear. Hy hat it oer de hjerst mei syn fruchten. Dochs driget der neffens him gefaar: mei de frede kinne de partijskippen de kop wer opstekke, de faksjes dus. Om dat te kearen moat de steedhâlder it lân as in potestaat bestjoere. Foar de stabile reginte-aristokrasy oer dy't yn Hollân in opfetting as fan Lydius mooglik makke, stie yn Fryslân in labyl machtslykwicht, dat de steedhâlder bewarje moast.

Op 'en nij docht hjir dus bliken dat de kalvinisten yn Fryslân de steedhâlder as har beskermer seagen. Sûnt de oanstellingsbrief fan Ernst Casimir út 1620 wie it nammers ek útdruklik de taak fan 'e steedhâlders om ''de Gereformeerde Religie... aengaende de Leere... te handhouden ende verdedigen''.[6] Oft der ferskil yn iverjen tusken har en de Steaten west hat, is net ûndersocht, mar grif hawwe se altyd by de aktyfsten heard. Sa steane yn alle gefallen Willem Loadewyk en Ernst Casimir bekend, alteast yn ferliking mei har kollega's yn Hollân, Maurits en Frederik Hindrik (Van Deursen, 1979, 104-105; Spanninga 1990). Willem Freark makke him nei 1640, doe't er de macht yn hannen krigen hie, nei alle gedachten wat los fan 'e dûmnys. Syn posysje brocht no mei dat er boppe de partijen stean koe.

Wat no, ta beslút fan dit part, de ferhâlding fan polityk en godstsjinst yn Fryslân oanbelanget: Mörke (1990, 48) suggerearret dat de steat dêr ûnder de tsjerke stie, as er in ferskil makket tusken Hollân dat yn 1651 de Generaliteitslannen net mei alle geweld it reformearre leauwe oplizze woe en Fryslân dat it, lykas oare gewesten, wol woe. Kalma (1987, V-VI) hat wol sjen litten dat ek yn Fryslân de tsjerke ûnder tafersjoch fan de steat stie. Dat jildt trouwens neffens Groenhuis (1977, 93) foar de hiele Republyk. Ferskil fan miening wie der allinne oer de fraach wêr't de grinzen leine.

Oant safier wat de feroaringen nei 1620 oangiet. No noch in inkeld wurd oer dy om 1660 hinne, dy't minder dúdlik binne. Nei't de steat foargoed fêstige wie, kaam yn 'e twadde helte fan 'e santjinde ieu de befinelikheid op. Mei Schilling (1988b, 29) sjoch ik dêr in oarsaaklik ferbân tusken, mar oars as him ferklearje ik dy befinelikheid net as it wer oplibjen fan sechstjinde-ieusk humanistysk irenisme dat yn 'e tiid fan 'e konfesjonalisearring slomme hawwe soe (sj. ek Schilling 1989a, 106). Dat liket my in ûnhistoaryske ferklearring, dy't wurket mei statyske mentaliteiten. Ik tink earder dat de befinelikheid in gefolch west hat fan it politike funksjeferlies fan 'e tsjerke, dy't har nei de fêstiging fan stabile politike machtsferhâldingen nei binnen kearde. It liket my ta dat troch dy politike stabilisearring

ek it patrisiaat syn politike funksje wolris kwytrekke wêze kin. Men soe dat ôfliede kinne út de belangstelling fan famyljes as Van Burum, Glinstra en De Schepper foar it grytmanskip. Dy oppenearret him yn 'e jierren santich (Breuker 1989, II 244). Dêrmei oriïntearren se har op 'e adel. Dat proses (dat net lang duorre skynt te hawwen, want de rigen waarden al gau sletten) is ek oars yn 'e Republyk yn 'e twadde helte fan de santjinde ieu waar te nimmen (Schmidt, 1987; Kooijmans, 1987) en stiet bekend as aristokratisearring, neffens in gongbere omskriuwing fan Elias "Durchdringung von Verhaltensweisen des Adels und des Bürgertums". Om dyselde tiid hinne wie de adel minder ôfhinklik wurden, omdat dy begûn wie sels de macht ûnderinoar te ferdielen (cf. Faber 1970). Dat barde op basis fan grûnoankeapen, dy't de útslach fan stimmingen alhiel bepaalden. Foar 1640 wie der in oar systeem fan grytmansferkiezingen, dat kandidaten ôfhinklik makke fan de geunst fan 'e kiezers (Breuker, 1987).

Yn de nije situaasje hong de steedhâlder net langer fan it patrisiaat ôf. De macht wie sûnt in saak fan him en de adel, dêr't de boargerij bûten stie (cf. foar Hollân Mörke 1990). Dat soe sa bliuwe oant de twadde helte fan 'e achttjinde ieu.

Ik kom no ta in ôfsluting. Earder haw ik sein dat ik in oare ferklearring fan it gearfallen fan de bloei fan de kultuer en de bloei fan it kalvinisme jaan soe as Van Deursen útstelt. In beswier tsjin syn rivaliteitshypoteze is it ûntbrekken fan in ferklearring foar it funksjeferlies (of as men wol: de delgong) fan it kalvinisme. Soe it ek sa west hawwe kinne, dat dy bloei te tankjen wie oan it elan fan de jonge Republyk, doe't steat en tsjerke beide tagelyk en yn iendracht har macht fêstigen? Fansels makke wolfeart dat de boargerij meidwaan koe. Dy waard nei 1650 ek minder, mar wolfeart jout noch gjin ynhâld oan kultuer. Dêrom hâld ik it derfoar dat de hofkultuer dy't ik yn 1989 sinjalearre, in boargerlike emansipaasjebeweging west hat, dy't duorre salang't it kalvinisme troch syn politike betsjutting it nasjonale fielen yn Fryslân droech. Om misbegryp út te sluten is it faaks better om yn 't plak fan hofkultuer - in term dy't te direkt assosjaasjes mei keunst opropt - te sprekken fan in kalvinistyske boargerkultuer[7], ek al wie it dan de steedhâlder dy't tusken 1620 en 1670 en yn it bysûnder tusken 1640 en 1660 dy kultuer mooglik makke.

NOATEN

1. In bewurke en ferkoarte fersy fan dit stik is ûnderdiel fan myn ynaugurele rede *Friese cultuur in de jonge Republiek. Een historisch interpretatiekader* (Leiden 1991), holden op 6 septimber 1991 oan 'e Ryksuniversiteit te Leiden. Yn de ynlieding op dy rede sjoch ik yn it ramt fan de oanpak fan ûndersyk nei kultuer, yn it bysûnder nei literatuer, de folgjende analyze as in skiedkundich ynterpretaasjeramt, dat brûkt wurde kin om mei in beskate kontrolearberheid kulturele uteringen fan de lette sechstjinde en de santjinde ieu te beskriuwen. In ferantwurding fan myn wurkwize om yn dit gefal kultuer oan politike macht op te hingjen, jou ik oan de ein fan de ynlieding op de hjirboppe ôfprinte tekst. Dy stiet net yn de oraasje.
Foar syn opmerkingen by de tekst fan de lêzing tankje ik dr. L.G. Jansma fan de Fryske Akademy. Ik haw se sa goed mooglik ferwurke.

2. It keningsmotyf yn 'e Fryske historiografy, byldzjende keunst en literatuer fertsjinnet in aparte stúdzje. Sjoch foar inkelde opmerkingen oer de santjinde ieu Breuker 1989, II 242 en foar de apokrife ikonografy Miedema 1960.
3. Roorda syn miening wurdt meidield yn in brief fan ien oan Johan de Witt, dy't publisearre is troch N. Japikse yn syn edysje *Brieven aan Johan de Witt I 1648-1660, bewerkt door Robert Fruin* (Amsterdam 1919) 412.
4. DTB 146, RAF Ljouwert.
5. 9056 Hs Q, 71, PBF Ljouwert.
6. G.F. baron thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg (ed.), *Groot Placaat en Charter-boek van Vriesland* V (Ljouwert 1793) 261 en ek 355 (ynstruksje fan Hindrik Casimir, 1632) en 460 (id. fan Willem Freark, 1640).
7. Boargers te ferstean as regintepatrisiaat.

LITERATUER

Bergsma, Wiebe (1989)
Kalvinisme yn Snits om 1600 hinne, yn: W. Bergsma e.a. (red.), *Frysk, from en frij. In oantal aspekten fan leauwe en polityk yn Fryslân.* Ljouwert 1988, 95-119; mei lytse feroarings ek publisearre as: Calvinismus in Friesland um 1600 am Beispiel der Stadt Sneek, yn: *Archiv für Reformationsgeschichte* 80, 252-285.

Breuker, Ph.H. (1980)
Petrus Geestdorp, freon fan Gysbert Japicx, en syn geastlik fermidden, yn: Ph.H. Breuker e.a. (red.), *Coulonnade.* Ljouwert, 43-53.

Breuker, Ph.H. (1984)
De godstsjinstich-politike ûndergong fan de Ljouwerter rederikerskeamer yn 1619, yn: N. Århammar e.a. (red.), *Miscellanea Frisica.* Assen, 411-422.

Breuker, Ph.H. (1987)
Wêrom kochten de reginten just nei 1640 stimmen yn lytse doarpen op? *Ut de Smidte* 21, 2:4.

Breuker, Ph.H. (1989)
It wurk fan Gysbert Japix. I Tekst yn facsimile II Oerlevering en ûntstean. 2 dielen yn 3 bannen. Ljouwert.

Breuker, Ph.H. (1991)
Boekbezit in Friesland tot ca. 1810. Prolegomena bij een onderzoek aan de Fryske Akademy, *Batavia Academica* 9, 17-24.

Buck, August e.a. (red.) (1979)
Europäische Hofkultur im 16. und 17. Jahrhundert. Vorträge und Referate gehalten anlässlich des Kongresses des Wolfenbütteler Arbeitskreises für Renaissanceforschung und des Internationalen Arbeitskreises für Barockkultur in der Herzog August Bibliothek Wolfenbüttel von 4 bis 8. September 1979. 3 dln [= Wolfenbütteler Arbeiten zur Barockforschung, B.8] Hamburg 1981.

Deursen, A.Th. van,
Maurits, yn: C.A. Tamse (red.) (1979) *Nassau en Oranje in de Nederlandse geschiedenis.* Alphen aan den Rijn, 83-109.

Deursen, A.Th. van (1986)
Cultuurgeschiedenis bij Huizinga en in de oude Algemene Geschiedenis der Nederlanden (AGN), *Theoretische geschiedenis* 13, 197-208.

Dorleijn, G.J. (1986)
Terug naar de auteur. Over de dichter M. Nijhoff. Baarn 1989.

Drees, Jan,
Die soziale Funktion der Gelegenheitsdichtung. Studien zur deutschsprachigen Gelegenheitsdichtung in Stockholm zwischen 1613 und 1719. Stockholm.

Duke, Alastair (1990)
The Ambivalent Face of Calvinism in the Netherlands, 1561-1618, yn: Menna Prestwich (ed.), *International Calvinism 1541-1715*. Oxford 1985; hjir oanhelle neffens: Alastair Duke, *Reformation and Revolt in the Low Countries*. Londen/Ronceverte, 269-293.
Faber, J.A. (1977)
De oligarchisering van Friesland in de tweede helft van de zeventiende eeuw, *AAG Bijdragen* 15 (1970) 39-65; ek yn: P.A.M. Geurts en F.A.M. Messing (ed.), *Economische ontwikkeling en sociale emancipatie I*. Den Haach, 140-165.
Faber, J.A. (1973)
Drie eeuwen Friesland. Economische en sociale ontwikkelingen van 1500 tot 1800. Ljouwert.
Frijhoff, W.Th.M. (1984)
Cultuur, mentaliteit: illusies van een elite. Nijmegen.
Graafland, C. (1985)
De Nadere Reformatie en haar culturele context, yn: *Met het Woord in de tijd*. Den Haach/Amersfoart.
Grever, John H. (1989)
The States of Friesland: Politics and Society during the 1660s, yn: *Parliaments, Estates & Representation* 9, 1-25.
Groenhuis, G. (1977)
De Predikanten. De sociale functie van de gereformeerde predikanten in de Republiek der Verenigde Nederlanden voor ± 1700. Grins.
Groenhuis, G. (1985)
[resinsje C. Huisman, Neerlands Israël], *TvG* 98, 441-442.
Hof, W.J. op 't (1989)
Het culturele gehalte van de Nadere Reformatie, *De zeventiende eeuw* 5, 129-140.
Israel, Jonathan J. (1983)
Frederick Henry and the Dutch political factions, 1625-1642, *The English Historical Review* 98, 1-27.
Kalma, J.J. (1987)
Een kerk onder toezicht. Friese synodeverslagen 1621-1650. Ljouwert.
Klashorst, G.O. van de (1986)
"Metten schijn van monarchie getempert". De verdediging van het stadhouderschap in de partijliteratuur, 1650-1686, yn: H.W. Blom en J.W. Wildenberg (red.), *Pieter de la Court in zijn tijd. Aspecten van een veelzijdig publicist (1618-1685)*. Amsterdam/Maarssen, 93-136.
Kooijmans, L. (1987)
Patriciaat en aristocratisering in Holland tijdens de zeventiende en achttiende eeuw, yn: J. Aalbers en M. Prak (red.), *De bloem der natie. Adel en patriciaat in de Noordelijke Nederlanden*. Meppel/Amsterdam, 93-103.
Kossmann, E.H. (1960)
Politieke theorie in het zeventiende-eeuwse Nederland. Amsterdam.
Kossmann, E.H. (1987)
In praise of the Dutch Republic: some seventeenth-century attitudes [oarspronklik publisearre yn 1963, hjir oanhelle neffens:] id., *Politieke theorie en geschiedenis. Verspreide opstellen en voordrachten*. Amsterdam, 161-175.
Miedema, Hessel (1960)
De yllustraasjes by de apokrife skiedskriuwing, *It Beaken* 22, 60-72.
Mörke, Olaf (1989)
Souveränität und Autorität. Zur Rolle des Hofes in der Republik der Vereinigten Niederlande in der ersten Hälfte des 17. Jahrhunderts, *Rheinische Vierteljahrblätter* 53, 117-139.

Mörke, Olaf (1990)
"Konfessionalisierung" als politisch-soziales Strukturprinzip? Das Verhältnis von Religion und Staatsbildung in der Republik der Vereinigten Niederlande im 16. und 17. Jahrhundert, *Ts. v. soc. gesch.* 16, 30-60.
Mout, M.E.H.N. (1979)
Plakkaat van Verlatinge 1581. Den Haach.
Mout, Nicolette (1987)
Abschied vom Erasmianismus? Humanisten und der Niederländischen Aufstand, yn: August Buck en Tibor Klaniczay (red.), *Das Ende der Renaissance: Europäische Kultur um 1600.* Wiesbaden, 63-80.
Mout, Nicolette (1989)
Ideales Muster oder erfundene Eigenart. Republikanische Theorien während des Niederländischen Aufstands, yn: Helmut G. Koenigsberger (red.), *Republiken und Republikanismus im Europa der frühen Neuzeit.* München, 169-194.
Plaat, Gees van der (1988)
Lieuwe van Aitzema's kijk op het stadhouderschap in de Republiek (1652-1669) en de crisis van 1650, *BMGN* 103, 341-372.
Po-chia Hsia, R. (1989)
Social Discipline in the Reformation: Central Europe 1550-1750. Londen/New York.
Postma, Folkert (1983)
Viglius van Aytta als humanist en diplomaat (1507-1549). Sutphen.
Postma, F. (1990)
Nieuw licht op een oude zaak: de oprichting van de nieuwe bisdommen in 1559, *TvG* 103, 10-27.
Prak, Maarten (1989)
Republiek en vorst. De stadhouders en het staatsvormingsproces in de Noordelijke Nederlanden, 16e-18e eeuw, yn: Kees Bruin en Kitty Verrips (red.), *Door het volk gedragen. Koningschap en samenleving.* Grins, 28-51.
Reinhard, Wolfgang (1983)
Zwang zur Konfessionalisierung? Prolegomena zu einer Theorie des Konfessionellen Zeitalters, *Zs.f. Hist. Forschung* 10, 257-277.
Rowen, Herbert H. *(1988)*
The Princes of Orange. The Stadholders in the Dutch Republic. Cambridge.
Schilling, Heinz (1985)
Das calvinistische Presbyterium in der Stadt Groningen während der frühen Neuzeit und im ersten Viertel des 19. Jahrhunderts. Verfassung und Sozialprofil, yn: H. Schilling en H. Diederiks (ed.), *Bürgerliche Eliten in den Niederlanden und in Nordwestdeutschland* (Städteforschung A23). Keulen/Wenen, 195-273.
Schilling, Heinz (1987)
Calvinismus und Freiheitsrechte. Die politisch-theologische Pamphletistik der Ostfriesisch-Groningschen "Patrioten-partei" und die politische Kultur in Deutschland und in den Niederlanden, *BMGN* 102, 403-434.
Schilling, Heinz, (1988a)
Gab es im späten Mittelalter und zu Beginn der Neuzeit in Deutschland einen städtischen "Republikanismus"? Zur politischen Kultur des alteuropäischen Stadtbürgertums, yn: Helmut G. Koenigsberger (red.), *Republiken und Republikanismus im Europa der frühen Neuzeit.* München 1988, 101-143.
Schilling, Heinz, (1988b)
Die Konfessionalisierung im Reich. Religiöser und gesellschaftlicher Wandel in Deutschland zwischen 1555 und 1620, *Historische Zeitschrift* 246 (1988) 1-45.

Schilling, Heinz, (1989a)
Nation und Konfession in der frühneuzeitlichen Geschichte Europas. Zu den konfessionsgeschichtlichen Voraussetzungen der frühmodernen Staatsbildung, yn: Klaus Garber (ed.), *Nation und Literatur im Europa der frühen Neuzeit*. Tübingen 1989, 87-107.
Schilling, H., (1989b)
Politik und Gesellschaft - die Renaissance des historischen Interesses am Politischen, *BMGN* 104 (1989) 56-65.
Schilling, Heinz, (1989c)
The Orange Court: The Configuration of the Court in an Old European Republic, te ferskinen yn: R. Asch en A.M. Birke (ed.), *Princes, Patronage and the Nobility: The Court at the Beginning of the Modern Age (ca. 1450-1650)*. Oxford.
Schmidt, C. (1987)
Een lengteprofiel van het Hollandse patriciaat. Het geslacht Teding van Berkhout 1500-1950, yn: J. Aalbers en M. Prak, *De bloem der natie. Adel en patriciaat in de Noordelijke Nederlanden*. Meppel/Amsterdam, 129-140.
Schmidt, C. (1989)
Het charisma van Oranje. Aantekeningen over de sociogenese van het Koninkrijk der Nederlanden, yn: Kees Bruin en Kitty Verrips (red.), *Door het volk gedragen. Koningschap en samenleving*. Grins, 53-70.
Schotanus, Christianus (1655)
Beschrijvinge end Chronijck van de Heerlickheydt van Frieslandt. Tusschen 't Flie end de Lauwers. Frjentsjer.
Schutte, G.J. (1988)
Het Calvinistisch Nederland. Utrecht.
Shuger, Deborah K. (1988)
Sacred Rhetoric. The Christian Grand Style in the English Renaissance. Princeton NJ.
Spaans, Joke (1989)
Haarlem na de Reformatie. Stedelijke cultuur en kerkelijk leven, 1577-1620. Den Haach.
Spanninga, H. en H.M. Mensonides (1990)
"De saeck van Leeuwarden is so cleyn niet te achten". Geloof en politiek in Leeuwarden in de jaren 1608-1617, yn: R. Kunst e.a. (red.), *Leeuwarder Historische Reeks* II (Ljouwert) 66-175.
Strengholt, L. (1987)
Tekenen van Nadere Reformatie in de poëzie van Revius, Cats en Huygens? *Documentatieblad Nadere Reformatie* 11, 109-125.
Tamse, C.A. (red.) (1979)
Nassau en Oranje in de Nederlandse geschiedenis. Alphen oan 'e Rijn.
Trigland, Jacobus (1650)
Kerkelijcke geschiedenissen. Leiden.
Waterbolk, E.H. (1952)
Twee eeuwen Friese geschiedschrijving. Opkomst, bloei en verval van de Friese historiografie in de zestiende en zeventiende eeuw. Grins/Djakarta.
Woltjer, J.J., (1976a)
Van Katholiek tot Protestant, yn: W.J. Formsma e.a. (red.), *Historie van Groningen. Stad en Land*. Grins 1976, 207-231.
Woltjer, J.J., (1976b)
De Vrede-makers, *TvG* 89 (1976) 299-321.

Aspekt en nomenynkorporaasje

S. Dyk

Yndianetalen, mar dy net allinnich, binne der bekend om dat se in ferskynsel hawwe dat nomenynkorporaasje neamd wurdt. Dat ferskynsel kin yllustrearre wurde oan bygelyks it Onondaga, dêr't fan de farianten yn (1) de b-sin ynkorporaasje sjen lit:

(1) a. wa?hahninú? ne? oyEkwa?
TNS.3sg.3N.buy.ASP ART 3N.tobacco.NM
'He bought the tobacco'
b. wa?hayEkahní:nu?
TNS.3sg.3N.tobacco.buy.ASP
'He bought tobacco' (út Rosen 1989:295)

De sinnen fan (1) ha in pear opfallende ferskillen. Sa stiet yn 'e a-sin it direkt objekt rjochts fan it tiidwurd, en yn 'e b-sin lofts. Yn 'e b-sin stiet der boppedat neat tusken it objekt en it tiidwurd: de tiidwurdprefiksen lykje om sa te sizzen in eintsje opskood te wêzen. Dat is oars yn 'e a-sin, dêr't we noch in lidwurd en in affiks tusken beide stammen fine. De stavering stipet de konklúzje dat tiidwurd en objekt yn 'e a-sin twa aparte wurden útmeitsje, en yn 'e b-sin net mear. Sa't oan 'e Ingelske oersetting fan Rosen te sjen is, liket der tusken beide sintsjes ek in subtyl betsjuttingsferskil te bestean. It wichtichste doel fan dit stik is om nei te gean wat dêr de achtergrûn fan wêze kin. Sa sil bygelyks besjoen wurde moatte hokker rol oft de ôfwêzigens fan in lidwurd hat yn 'e betsjuttingsferskowing en yn it ûntstean fan formaasjes lykas dy yn (1b).

Lykas al sein wurdt it ferskynsel yn (1b) nomenynkorporaasje neamd: in nomen, altyd in argumint fan it tiidwurd, foarmet mei dat tiidwurd ien morfologyske ienheid, argumint en tiidwurd binne gearraand ta ien wurd. Yn 'e literatuer oer it ûnderwerp hat oant no ta benammen de derivaasje fan soksoarte formaasjes omtinken krigen, mar immen as Mithun (1984) lit har ek frij wiidweidich út oer de betsjuttingskant, bygelyks:

> ''Since incorporated objects are non-referential, and thus non-individuated, these constructions are generally used to describe activities or events whose patients are neither specific nor countable - e.g. habitual, ongoing, or projected activities; those done by several people together; or those directed at a non-specific part of a mass'' (s. 850),

of

> ''The compound is more than a description; it is the name of an institutionalized activity or state. The IN [= incorporated noun, S.D.] loses its individual salience both semantically and syntactically. It no longer refers to a specific entity; instead it simply narrows the scope of the V. It is thus unaccompanied by markers of definiteness or number, or by demonstratives'' (s. 856).

Hoewol net ûnkrekt, binne dy beskriuwings dochs frijwat ympressjonistysk. Men soe it leafst sjen dat de semantyske eigenskippen ôflaat waarden fan 'e formele eigenskippen fan 'e konstruksje. Dat docht se foar in part ek wol, se ûnderstelt dat nomenynkorporaasje in leksikaal proses is, en dêrútwei dat it ynkorporearre nomen net referinsjeel is. Mar it ûngelokkige is, dat de leksikale status fan nomenynkorporaasje nochal wat oer wreaun en skreaun is, al foar Mithun har publikaasje (sjoch Saddock 1980), en alhielendal dêrnei (bygelyks Saddock 1986 en Baker 1988). No giet it yn it bestek fan dit artikeltsje fierstentefier om jin yn it leksikon-syntaksis-debat te jaan, mar dat is boppedat net nedich om op formele grûnen dochs wat oer de semantyk konkludearje te kinnen. We kinne dêrfoar ta mei in neiere skôging fan 'e foarm fan it ynkorporearre nomen, en, yn gearhing mei it tiidwurd, fan 'e aspektuele eigenskippen fan 'e kombinaasje.

Ik soe dat dwaan wolle oan 'e hân fan it Frysk. Dêrfoar moat dan alderearst fansels al oantoand wurde dat it Frysk ek nomenynkorporaasje hat. Dat leit miskien yn 'e earste opslach net fuortendaliks yn 'e reden. Mithun sels bygelyks behannelet in grut tal talen, mar dy sitte út in westersk perspektyf wei besjoen allegearre yn 'e eksoatyske sektor. En at jo allinnich op 'e autoriteit fan 'e bekende Amerikaanske taalkundige Edward Sapir ôfgean soene, dan koene jo de hope hast wol farre litte:

> ''It so happens in English, as in most or all Indo-Germanic languages, that verbs of the type ''song-write'' or ''steam-run'', that is, comppound verbs in which the first member of the compound is a noun, are not readily formed or are not formed at all'' (Sapir 1911:256)

Dochs hâldt Sapir yn syn formulearring in lyts slachje om 'e earmtakke, en ik soe no sjen litte wolle dat er dat mei rjocht en reden dien hat. Ommers, yn it Frysk lykje sinnen as (2) en (3), dêr't wy mei gearsette tiidwurden te krijen lykje te hawwen, skoan mooglik:

(2) Heit is nei de polder te *bitewjudzjen*.
(3) Buorman *jerappeldolt* al fan fan 'e moarn fiif oere ôf.

Tiidwurd en objekt binne yn dizze foarbylden oaninoar skreaun, mar dat is fansels wat al te swak om as bewiis tsjinje te kinnen dat wy hjir mei gearsette wurden te krijen ha. Ik soe dêrfoar graach wat hurdere, formele oanwizings bybringe wolle. De earste trije dêrfan binne net wanlyk oan wat we yn 'e Onondagasintsjes al tsjinkaam binne:

a. Yn finite haadsinnen stiet, sa't we yn (3) al sjoen ha, it objekt lofts fan it tiidwurd, wylst de normale posysje yn datsoarte sinnen rjochts is:

   (4) Buorman dolt de jerappels.

   De syntaktysk ôfwikende folge yn (3) komt lykwols kreas yn 't lyk mei wat yn 't Frysk ornaris yn gearsettings te rêden is, dy't ommers kreas Williams (1981) syn Right Hand Head Rule folgje. It haad, it tiidwurd *dolle*, komt alsa rjochts te stean, en it net-haad, it nomen *jerappel*, lofts.

b. It argumint mei gjin determinearders by him ha:

(5) *Heit is nei de polder te de bitewjudzjen.

c. Der mei gjin oar leksikaal materiaal tusken it argumint en it tiidwurd yn stean:

(6) a.*Heit wol moarn bite net wjudzje.
b. Heit wol moarn de biten net wjudzje.
(7) a.*Heit wol moarn bite - se waakse oars bêst - wjudzje.
b. Heit wol moarn de biten - se waakse oars bêst - wjudzje.

d. Telwurden, foar- of neibepalings binne útsletten:

(8) *Heit is nei de polder te tûzen bitewjudzjen.
(9) *Heit is nei de polder te grouwe bitewjudzjen.
(10) *Heit is nei de polder te bite mei in hege opbringst wjudzjen.

De restriksje ferfalt oars fierhinne at de bepaling en it nomen ien semantyske ienheid (bygelyks *reade biten*) foarmje:

(11) Heit is te reade bitewjudzjen

e. It argumint mei gjin meartalsmorfeem ha:

(12) *Heit is nei de polder te bitenwjudzjen / te jerappelsdollen.

f. Der kinne har fonologyske ferskynsels, lykas ferkoarting of brekking, foardwaan dy't wol yn gearsettings foarkomme, mar net by losse arguminten:

(13) in aai [a:i] sykje --- ai[ai]sykje
(14) in pipe [pi:pə] smoke --- pyp[pip]smoke
(15) in stien [sti.əm] bikje --- stien[stjIm]bikje

g. It tiidwurd of it nomen meie út 'e NV-gearsetting net ferpleatst wurde:

(16) a.*Heit [wjuddet]$_i$ moarn bite t_i.
b. Heit [wjuddet]$_i$ moarn de biten t_i.
(17) a.*[Bite]$_i$ wol heit net t_i wjudzje.
b. [De biten]$_i$ wol heit net t_i wjudzje.

Men soe dy beheining oars ek beflappe kinne ûnder wat by (c) al sein is.

h. By negaasje moat *net* brûkt wurde; *gjin*, dat in NP negearret, is útsletten:

(18) a.Heit wol net / *gjin bitewjudzje.
b.Heit wol gjin biten wjudzje.

De útkomsten fan boppesteande testen wize derop dat it argumint mei it tiidwurd ien wurd útmeitsje kin, en dêrmei dat yn it Frysk nomenynkorporaasje bestiet. Dat argumint fungearret yn 'e foarbyldsintsjes hieltiten as direkt objekt. Foar de ienfâld sil ik my hjirre fierders ek ta dy funksje beheine, ek al liket it net útsletten dat yn it Frysk soms nomina út PPs wei ynkorporearje kinne.

Oant no ta is de ynkorporaasje benammen oantoand foar *te*-ynfinitiven. Komt it ferskynsel ek foar yn oare syntaktyske omkriten? It antwurd is ja, ek al moat dat mei de nedige nuansearrings jûn wurde. Wêr't it ek hiel maklik kin, binne de *oan it*-konstruksje en alle soarten fan nominalisaasjes. Hjir komme in stikmannich foarbylden:

(19) Heit is oan it jerappeldollen.
(20) It jerappeldollen is foar heit in hiele put.
(21) Bitewjudzje docht er leaver as jerappeldolle.
(22) Heit hat it mier oan jerappeldollen.

Om wat in yndruk te krijen haw ik de earste dielen fan it WFT trochnoaske, en dan komme jo de weareld foarbylden yn boppeneamde konteksten tsjin. It docht dan wat frjemd oan dat de rispinge oan sintsjes dêr't it gearsette tiidwurd finyt of in mulwurd is, mar tige beheind is. Foar it fuortsettend mulwurd is dat net sa nuver, dat is yn teksten útsoarte al net botte frekwint. Mar foar de oare soene men folle heger oantallen ferwachtsje. Ik sis net dat sokke gefallen net foarkomme of net foarkomme kinne, yn (3) binne we al in foarbyld tsjinkaam, mar de mannichten binne lyts, en faak is der ek wat bysûnders mei te rêden. En krekt dat kin ús op it spoar sette fan in wichtige semantyske eigenskip fan 'e Fryske nomenynkorporaasje.

Om my mar ta it finite gebrûk te beheinen, in keale proposysje liket net goed te wollen, der moat eins in bepaling by om de sin oannimlik te meitsjen.[1] Sa heart (23) jin bygelyks net hielendal lekker yn 'e earen:

(23) ?Heit jerappeldolt

wylst (24) hiel wat better yn jin del wol:

(24) Heit jerappeldolt fan fan 'e moarn fiif oere ôf.

Sokke bepalings as *oerenlang*, *alle sneontemoarnen* of *oant fiif oere ta* smite ek folle akseptabeler resultaten op. It binne allegearre tiidbepalings, om krekter te wêzen, deselden dy't in doer oantsjutte. Tafallich is dat net, sa't fierderop bliken dwaan sil; de sinnen mei in ynkorporearre objekt binne ynherint al doeroantsjuttend, se hawwe mei oare wurden duratyf aspekt. Mar foardat we dat benei komme kinne, moat der earst wat yn syn algemienens oer aspekt sein wurde.

Fanwegen syn relative bekendens en didaktyske hantearberens nim ik yn myn behanneling fan aspekten de yndieling fan Vendler (1967) as útgongspunt, ek al binne dêr alle mooglike soarten fan krityk op mooglik (sjoch byg. Verkuyl 1989). Vendler makke foar de oantsjutting fan 'e temporele struktuer fan situaasjes in yndieling yn fjouweren:

(25) *States*; byg. ''haatsje''.
Activities; byg. ''kuierje''
Accomplishments; byg. ''in boat bouwe''
Achievements; byg. ''ûntdekke''

Fan dy fjouwer klassen is mei help fan parameters in krúsklassifikaasje te meitsjen, dy't - sa't wy sjen sille - fuortendaliks fan belang blykt te wêzen foar it al of net mooglik wêzen fan nomenynkorporaasje yn it Frysk (sjoch ek Hoeksema 1984).

De foarste wichtige eigenskip is net yn ien wurd helder te omskriuwen, mar hat te krijen mei de fraach oft der al of net in ûntwikkeling, in feroaring, in proses yn 'e troch it tiidwurd oantsjutte hanneling sit. Dêr liket lykop mei te gean (Dowty 1979) de al of net oanwêzichheid fan agentiviteit en sels fan in dúdlik wollen fan 'e kant fan it subjekt. It docht bliken dat states en achievements negatyf foar dizze parameter kwalifisearre binne. Yn

(26) Piter hatet de juffer

sit yn Piter syn haatsjen gjin fierdere ûntwikkeling, alteast dat wurdt net troch it tiidwurd *haatsje* ymplisearre. Jo haatsje immen of jo haatsje immen net, dêr is it eins mei sein, in yngripen fan 'e kant fan 'e hater is gjin sprake fan. Sokssawat jildt ek foar achievements, wat taskreaun wurde kin oan it momintane karakter fan dy klasse. Yn

(27) Jan ûntdekt in kwartsje tusken de stuorren

sit ek gjin ûntjouwing yn 'e hanneling en ek gjin wollen fan 'e kant fan Jan. Jo soene sizze kinne dat yn dizze beide klassen it subjekt net sels yn it barren yngrypt, mar dat it him oerkomt.

It docht bliken dat de beide Vendlerklassen dy't gjin feroaring yn 'e hanneling sjen litte, ek gjin nomenynkorporaasje talitte. De betrouberste omkrite om dat sjen te litten is wierskynlik dy mei nominalisearring, omdat it derop liket dat *te*-ynfinitiven en de *oan it*-konstruksje fan harsels altiten al om in proses freegje:

(28) *Buorman syn hûnehaatsjen fernuvere him
(29) *Jan syn kwartsjeûntdekken wie in fikse ynstruier

Nijsgjirriger as de states en de achievements binne de beide oerbleaune klassen, 'activities' en 'accomplishments', benammen omdat se meiinoar in ferbining ha dy't foar nomenynkorporaasje fan direkt belang is. Om activities fan accomplishments te ûnderskieden ha wy in oare parameter nedich, dy't nammers ek states fan achievements ôfgrinzget. It ûnderskie giet op Aristoteles werom[2], en hat dermei te krijen oft it troch it tiidwurd oantsjutte barren al of net as ôfsletten beskôge wurde moat. De foarstellingswize ymplisearret dus dat der in skoft is dat it barren trochgiet, mar dat dat ek wer ophâldt. Yn in accomplishment as

(30) Jan ferve it stek

sit om sa te sizzen in ophâlden fan 'e hanneling ynbakt, te witten at it hiele stek yndied ferve is. Sokssawat jildt ek foar achievements; sagau at Jan yn (31):

(31) Jan ûntdekt in kwartsje tusken de stuorren

it kwartsje fûn hat, is it mei it ûntdekken ek dien. Fanwegen it momintane karakter fan achievements soe men faaks noch better sizze kinne dat barren en ôfsluten dêr gearfalle.
Mei states en activities leit dat mei it ôfsluten oars. Yn

(32) Piter hatet de juffer
(33) Buorman en buorfrou kuierje

kin it haatsjen en kuierjen ûneinich trochgean. Fansels witte wy wol dat Piter ea wolris de fuotten útstekke sil, en dat buorman en buorfrou der op 't lêst ek wol by delfalle sille, mar *lingwistysk* binne dy gegevens net fan belang. By it as net ôfsletten presintearjen fan in barren prate wy fan duratyf aspekt; it tsjinoerstelde hjit fan terminatyf aspekt.
Dowty (1979, 56-58) jout in hiele rige om activities fan accomplishments, of algemiener om net-ôfsletten ekspresjes fan ôfslettene te ûnderskieden, dêr't ik twa fan útpikke sil. De yn 'e literatuer faakst tapaste en minst bediskusjearre is dy, dy't gebrûk makket fan ferskillende soarten adverbia. Yn it Ingelsk wurde dêrfoar bepalings mei *in* (ôfsletten) foar *for* (net-ôfsletten) foarinoar oer set. Sa krije jo dus

(34) a. They walked for an hour (activity)
b. *They walked in an hour
(35) a. John painted a picture in an hour (accomplishment)
b. *John painted a picture for an hour

Yn it Frysk soene wy mei ynkorporaasjetiidwurden in soartgelikense test útfiere kinne:

(36) a. Heit jerappeldolde oerenlang
b. *Heit jerappeldolde yn in oere

De twadde test makket gebrûk fan in spesifike ymplikaasjerelaasje, dy't yn it ophâlden mei in hanneling bebakt sit. Dowty jout as foarbyld it pear:

(37) a. John stopped painting the picture.
b. John stopped walking.

Ut (37b) kinne we konkludearje dat John ek wier oan it kuierjen west hat, wylst út (37a) net folget dat er it skilderij skildere hat: hy kin foar it klearkommen opholden wêze. De positive ymplikaasje is yn it Frysk wol oanwêzich by nomenynkorporaasje. Yn

(38) Heit hold op mei jerappeldollen

leit besletten dat er ek wier jerappeldold hat.

De testen wize dus út dat nomenynkorporaasje anneks is mei duratyf aspekt, en kombinearre mei de earder besprutsen parameter komme we der op út dat ynkorporaasjetiidwurden activities binne. De grutte fraach is no fansels hoe't it komt dat sokke tiidwurden net ôfsletten binne. En oarsom, hoe komt it dat in net ôfsletten barren ynkorporaasje fan it objekt ta gefolch hawwe kin?

Foar activities haw ik oant no ta hieltyd mar ien foarbyld brûkt, it yntransitive tiidwurd *kuierje*. Dat ferskilt fan ynkorporaasjetiidwurden, dy't in (ynkorporearre) objekt by har ha. Yn de foarbylden by de accomplishments lei de saak der wat oars hinne: dêr waard yn 'e foarbylden altyd in objekt by jûn. En dat koe ek net oars; krekt dat objekt makke dat accomplishments as ôfsletten kwalifisearre wurde kinne. Dat hat te krijen mei in eigenskip fan aspekten dy't better net te witten troch Verkuyl (1972) as earste op it aljemint brocht is, te witten harren komposysjonaliteit. It ferskynsel hâldt koartsein yn dat it troch de VP oantsjutte barren ôfsletten is, at it objekt[3] ek as ôfsletten, as begrinzge[4] beskôge wurde moat. In objekt is begrinzge at der in determinator of kwantor[5] foar stiet dy't de samling troch it haadwurd oantsjutte foarkommens einich makket (sjoch bygelyks Carlson 1981, 17). En dat is by al dat soarte fan eleminten it gefal: wat jo foar bygelyks *beam/beammen* ek sette, it oantal wurdt der einich fan: *de beam*, *in beam*, *dy beam*, *har beam*, *eltse beam*, *fjouwer beammen*, *dy beammen*, *guon beammen*, *alle beammen*. Dat is fan dy gefolgen, dat we yn (39)

(39) a. Gurbe kapt {de, in, dy, har, eltse} beam om
b. Gurbe kapt {fjouwer, dy, guon, alle} beammen om

hieltyd te krijen ha mei in ôfsletten barren. It aspekt is dêrmei *terminatyf* wurden. De mooglikheid fan it taheakjen fan bepalings as *yn trije oeren* jout dêr stipe oan.

Ik sei al dat it begrinzge wêzen fan it objekt ôfhong fan 'e oanwêzigens fan in determinator of kwantor. Dat suggerearret dat weilitten fan in determinator of kwantor in ûnbegrinzge objekt, en fierder fanwegen de komposysjonaliteit *duratyf* aspekt bewurkmasterje kin. En at jo in determinator of kwantor weilitte, dan hâlde jo om sa te sizzen in keal nomen oer.

Om de eigenskippen fan keale nomina te ûndersykjen kinne we it bêste begjinne by de net-telbere haadwurden. Keale stofnammen as *wetter* steane bekend om in eigenskip dy't faken oantsjut wurdt as kumulative referinsje (Quine 1960) of partitiviteit (Carlson 1981). At jo fan in mannichte wetter wat ôf dogge, hâlde jo likegoed wetter oer. Jo soene dêr yn prinsipe mei trochgean kinne, hieltyd hâlde jo wetter. Jo komme miskien pas yn 'e swierrichheden at jo op 't lêst noch ien molekúl oer ha, mar dat is earder in filosofysk as in lingwistysk probleem. De oare kant út jildt itselde: foegje wetter by wetter en it resultaat is wetter. Jo soene dêr yn prinsipe ek ûneinich mei trochgean kinne. Dat sadwaande is in sin as

(40) Boukje drinkt wetter

net ôfsletten en hat om dy reden duratyf aspekt.[6]

Hoe hâlde en drage telbere haadwurden har yn dit ferbân? At jo fan in útdrukking as *in beam* hieltyd wat ôfhelje, hâlde jo, oars as mei wetter, op 't lêst wat oer dat jo gjin 'beam' mear neame kinne, mar op 'en heechst 'stobbe' of sa. Ek by ta-

foegjen - dat nammers yn 'e praktyk hielendal net mooglik is - geane jo op in stuit oer de grinzen fan *in beam* hinne. Kinne telbere haadwurden dan hielendal net de eigenskip fan kumulative referinsje of partitiviteit útdrukke? Ja, dat kin al. Net troch in keal inkeldtal lykas by de stofnammen, want dat is ûngrammatikaal:

(41) *Ik sjoch beam
(42) Ik sjoch wetter

Wol troch in keal meartal te brûken:

(43) Ik sjoch beammen

In keal meartal as *beammen* hat yndied de al neamde eigenskippen: dogge jo der beammen ôf of by, dan is noch altyd 'beammen' it resultaat. En yndied is dat it wat wy yn 'e measte ús bekende talen sjogge at tiidwurd-objekt-kombinaasjes in duratyf aspekt krije. Troch it objekt net te foarsjen fan in kwantor of wat soartgelikens[7] krijt it wat ûneinichs, of faaks better, it is foar einigens net spesifisearre, en dêrtroch krijt ek it barren wat ûneinichs, of wer better sein, wurdt oer it ophâlden dêrfan neat meidield.

Om in ûnbegrinzge barren út te drukken is it dus nedich dat it objekt ûnbegrinzge is, en dat kin wer at dat objekt om samar te sizzen keal is. Oant safier ha wy sjoen dat dêr in *syntaktyske* oplossing foar keazen wurde kin, mei allinnich in apart objekt yn it iental by net-telbere en allinnich in meartal by telbere haadwurden. Foarbylden fan talen dêr't it sa regele is binne it Hollânsk en faaks ek it Grinslânsk[8]:

(44) Haile femilie blift te eerbeien eten
(Schuurman 1987, 189, sin 34)
(45) a. ... aan het soep eten
b. ... aan het erwtjes doppen
(Paardekooper 1958, 79)
(46) Het mosselen eten door Jan
(Van Haaften en dy 1985, 68, sin 5a)

Om kealens te berikken is der lykwols noch in mooglikheid. In keal telber ientallich haadwurd mei dan net as los objekt foarkomme kinne (sjoch de ûngrammatikalens fan (41)), sa'n foarm is wol talitten as lid fan in gearsetting. Yn wurden komme ommers útsoarte gjin kwantors ensfh. foar. Gjin niget dus dat der ek talen besteane dêr't sa'n *morfologyske* oplossing mooglik is. En sa't wy earder al sjoen hawwe, liket it Frysk sa'n taal te wêzen.[9] Semantysk liket it elemint *jerappel* út *jerappeldolle* dan ek itselde effekt te hawwen as *aardappelen* yn it Hollânske *aardappelen rooien*. Troch de komposysjonaliteit smite beide VP's duratyf aspekt op.[10]

Dat aspekt stiet nei myn betinken oan 'e basis fan 'e spesjale semantyk fan ynkorporaasjetiidwurden, sa't Mithun dy bygelyks yn 'e yn it begjin fan dit stik oanhelle sitaten beskreaun hat. Ynkorporaasje ymplisearret automatysk in keale foarm fan it objekt, en dat hâldt wer yn dat dat net-spesifyk en bygelyks ek net te

tellen is. Troch de sa troch komposysje ûntstiene durativiteit kinne jo yndied prate fan ''ongoing activities''.

Mithun neamt noch in eigenskip fan ynkorporaasjetiidwurden, nammentlik dat se oer it generaal ''habitual'' of sels ''institutionalized activities'' oantsjutte. Mar dat is ek ôf te lieden fan 'e durativiteit. It is al langer bekend dat ûnbegrinzge, trochgeande aksjes maklik liede kinne ta in iterative ynterpretaasje. En ôfhinklik fan bygelyks faktors as tal of regelmjittigens fan 'e werhelling is it mar ien stap fierder om dy hanneling as habitueel te beskôgjen. Lykwols, sa't Comrie (1976, 28) beklammet, wurdt dy lêste stap inkeld oproppen troch de tafallige situaasje; it is in konseptuele en gjin linguistyske eigenskip. Dat jildt útsoarte noch sterker foar gewoanten dy't in ynstitúsjonalisearre komponint ynha, lykas by beropsmjittich wurk.

Habituele eigenskippen binne dus net it needsaaklike gefolch fan nomenynkorporaasje. Ferlykje bygelyks dizze ienfâldige sintsjes:

(47) Jan fytsmakket.
(48) Pyt blomkesiket.

Foarbyld (47) krijt lichtwol de ynterpretaasje dat Jan fytsmakker fan berop is; mei in stikkene fyts is it ommers almeast sa dat er yn in fytsmakkerij reperearre wurdt. Dat dat habituele lykwols net ferplichte is, kin men ôfnimme oan in situaasje fan bygelyks in ploechje managers dat mei de fyts in wike op oerlibbingstrektocht is, en dêr't ôfpraat wurdt:

(49) Klaas fytsmakket hjoed en Lammert moarn.

It kin dan sels sa wêze dat der dy dagen gjin fyts stikken rekket. Mooglik tsjut Mithun ek op sa'n soarte situaasje at sy it hat oer in ''projected activity''.

Hiel oars leit it mei de aktiviteit fan it blomkesykjen. Sin (48) mist yn earste ynstânsje dêrom de habituele lêzing, al is dêr fansels ek wol wer in situaasje te betinken dat dy wol optwongen wurdt. Dat habitualiteit net ôfhinget fan ynkorporaasje mar folle mear fan durativiteit yn it algemien, kin men bygelyks ek ôfnimme út it Hollânske

(50) Jansen teelt champignons

dat ek troch de tafallige maatskiplike konstellaasje in sterk habitueel-beropsmjittige konnotaasje opropt.

It is njonkenlytsen dúdlik, dat in aspektuele analyze in tal eigenskippen fan nomenynkorporaasje ferklearje kin. Ien mooglik nijsgjirrige ymplikaasje soe ik ta beslút noch behannelje wolle, ek al moat dy needsaaklikerwize nochal in spekulatyf karakter ha.

Mithun (1984) dielt it ferskynsel op grammatikaal-pragmatyske grûnen yn yn fjouwer typen, dy't der hjir fierders net safolle ta dogge. It opmerklike is al, dat se type I, it meast ienfâldige gefal dêr't it Frysk ek foar it grutste part ûnder liket te fallen, ûnderferdielt yn twa subtypen: ''composition by juxtaposition'' en

''morphological compounding''. Dat lêste soene we it Frysk ûnder beflappe kinne. It oare subtype omskriuwt Mithun as:

> ''a construction in which a V and its direct object are simply juxtaposed to form an especially tight bond. The V and N remain separate words phonologically; but as in all compounding, the N loses its syntactic status as an argument of the sentence, and the VN unit functions as an intransitive predicate'' (Mithun 1984, 849)

Mithun jout dus fonologyske arguminten dat it tiidwurd en it objekt hjirre noch aparte wurden binne, ek al binne se dan al hyltyd adjasint oan inoar.

Wat no it ûndersykjen wurdich liket, is, oft Mithun har ''juxtaposition''gefallen identifisearre wurde kinne mei de net-ôfsletten konstruksje sa't dy him yn bygelyks it Hollânsk oppenearret. Yn beide lykje de objekten as selsstannige wurden te fungearjen. Mithun jout lykwols ek arguminten dy't mear op in beskaat morfologysk karakter fan 'e ferbining wize: adjasinsje fan it objekt oan it tiidwurd (''juxtaposition'') en it feit dat de tiidwurd-objekt-kombinaasje him as in yntransityf tiidwurd hâldt en draacht.

Mar neffens de teory fan Hopper & Thompson (1980) is dat oars krekt wat jo ferwachtsje soene. Sy hâlde út dat aspekt ien fan 'e faktors is dy't ynfloed ha op transitiviteit, en wol sa dat durativiteit lykop rint mei yntransitiviteit. Foar dy stelling bringe se flink wat, benammen morfologyske, data út in grut tal talen by.

No hat it Hollânsk net sa'n rike morfology dat dy korrelaasje fuortendaliks oantoand wurde kin, mar wat jo yn alle gefallen al konstatearje kinne, is, dat der mei de kombinaasje fan tiidwurd en ûnbegrinzge objekt yn it ús wat bekendere slach talen wat te rêden is. Roberts (1987) komt bygelyks ta de konklúzje dat de objekten fan activities kwa tematyske rolle gjin tema's wêze kinne. Syn wiidweidige en oars tige nijsgjirrige argumintaasje freget tefolle romte om hjir op yn te gean, mar ien oansprekkend feit dat er nei foaren bringt, is, dat yn in morfologysk tige rike taal as it Finsk datsoarte objekten gjin gewoane akkusatyf-, mar partityffal sjen litte. Sa'n ferskil opponearret him morfologysk yn it Hollânsk net, mar dêr liket kwa kasus ek wat te rêden te wêzen. Yn nominalisaasjes moat dêr it objekt achterop set wurde yn in PP:

(51) a. *Het die mosselen eten door Jan
b. Het eten van die mosselen door Jan

De standertanalyze soe wêze dat dat bart omdat it objekt fan it nominalisearre tiidwurd gjin kasus mear krije kin.[11] Yn dat ljocht is it dan lykwols eigenaardich dat krekt ûnbegrinzge objekten dêr in útsûndering op binne; syen kinne kreas op har rjochtlik plak lofts fan it tiidwurd stean:

(52) Het mosselen eten door Jan

Merk op dat objekt en tiidwurd hjir boppedat ek noch kreas adjasint binne. Dat binne se ek ferplichte at jo mei saneamde scrambling oan 'e gong geane:[12]

(53) a. ... dat Jan vandaag mosselen eet
b. *... dat Jan mosselen vandaag eet

Begrinzge objekten kinne hjir wol nei foaren:

(54) ... dat Jan die mosselen vandaag eet

Dochs liket it plaatsje net sa moai as dat jo it graach hawwe wolle soene, alteast de adjasinsje kin wol tebrutsen wurde troch bygelyks topikalisaasje:

(55) Koffie drinkt men op dat kantoor om 10 uur

It liket my dúdlik ta dat yn dizze kwestje oer alle boegen mear ûndersyk nedich is. In earsten betingst dêrfoar is fansels in yngeande kunde fan 'e oanbelangjende "eksoatyske" talen. Mocht lykwols myn spekulaasje útkomme dat Mithun har subtype "composition by juxtaposition" lyk te slaan is mei de hjirfoar behannele kombinaasje fan in tiidwurd en in los, keal objekt, dan soe ik der foar pleitsje wolle om de term "nomenynkorporaasje" te reservearjen foar dy konstruksje dêr't it nomen ek morfologysk gearset mei it tiidwurd. Dy konstruksje moat dan identifisearre wurde op formele grûnen, want sa't we yn dit artikel sjoen ha, aspektueel-semantysk binne de beide farianten, as gefolch fan harren mienskiplike keale objekt, út itselde nêst bret.

NOATEN

* Ik tankje hjirby Jarich Hoekstra foar syn opmerkings by in eardere ferzje.

1. Sjoch foar in soartgelikens effekt yn it Ingelsk bygelyks Tenny (1987, 198) mei it sinnepear
   (i) ?Keith climbs a tree
   (ii) Keith climbs a tree every morning.
2. Sjoch Dahl (1981) foar in oersjoch fan 'e terminologyske ûnwikkeling yn ferbân mei it ûnderskied.
3. Omdat ik yn dit stik allinne ynkorporaasje fan objekten behannelje, hâld ik my oan dy funksje. De saak leit lykwols komplisearder, sjoch û.o. Verkuyl (1972).
4. Yn 'e Ingelsktalige literatuer komme jo almeast de terms "bounded" of "delimited" tsjin.
5. De krekte status fan datsoarte eleminten, en bygelyks de fraach oft se ta ien kategory gearflapt wurde kinne, lit ik hjir gewurde.
6. It foarbyld suggerearret dat ynkorporaasje, alteast yn finite konteksten, yn it Frysk net ferplichte is. Nei alle gedachten is dat ek sa, my liket in sin as (ii) alteast goed mooglik:
   (i) Boukje wetterdrinkt minutenlang
   (ii) Boukje drinkt minutenlang wetter
   Wat hjir oars trochhinne fytst is it ferskynsel dat stofnammen, en ek keale meartallen, winliken ambigu binne tusken in genearyske en in eksistinsjele lêzing (sjoch dêroer bygelyks Carlson 1977 of Chierchia 1985). Ik gean op dy kwestje fierders net yn.
7. Sjoch hjirfoar útstellen fan byg. Cartwright (1979, 406) en Dowty (1979, 85).
8. Neffens de data dy't Schuurman (1987) en Schuurman & Wierenga (1986) jouwe, soe it Grinslânsk dêrnjonken ek wolris it foldwaan ha kinne oer de hjirnei te besprekken morfologyske oplossing. De kwestje fertsjinnet neier ûndersyk.

9. Guon lêzers sille miskien opponearje dat yn it Hollânsk ek wol de morfologyske oplossing, en dêrmei nomenynkorporaasje, mooglik is, ôfgeande op it foarkommen fan bygelyks tiidwurden as *stofzuigen* of *boekbinden*. Sokke formaasjes binne yn it Hollânsk lykwols net produktyf. Bopedat kinne se faak net yn finite foarms, en at dat al bart, dan wurde se swak bûgd (*stofzuigde* ynstee fan *stofzoog*). Dat leit yn it Frysk allegearre folle regelmjittiger. Sjoch oer de Hollânske NV-gearsettings bygelyks Booij (1989).
10. Men soe jin yntinke kinne dat net-telbere haadwurden, dy't keal altyd yn it inkeldtal stean kinne, en dêr't ynkorporaasje dus net sa simpel fan oantoand wurde kin, yn it Frysk, krektlyk as yn it Hollânsk, net ynkorporearje. In botte generalisearjende opsje soe dat lykwols net wêze. Ik gean der dêrom fan út dat it Frysk wat ynkorporaasje oanbelanget gjin ûnderskied makket tusken telbere en net-telbere haadwurden. Dat wurdt bygelyks stipe troch V2-ferskynsels:
    (i) a. De jonges bierdronken ta de nacht út.
        b. *De jongens bierdronken de hele nacht.
11. Sjoch bygelyks de strekking fan Van Haaften en dy (1985) en Zubizarreta & Van Haaften (1988), dy't nei myn smaak oars wat al te maklik hinne stappe oer de ferskillen yn mooglikheden fan begrinzge en ûnbegrinzge objekten oan 'e lofterkant fan it nominalisearre tiidwurd.
12. Unbegrinzge objekten sille it einpunt útmeitsje fan in presupposysjonele hiërargy sa't dy te finen is yn Bennis (1986, 223). De skaal jout oan hokker soarte fan objekt it maklikst nei lofts, en dus by it tiidwurd wei, skowe kin. It soarte dat dat it minst wol binne de net-spesifike yndefinite NP's.

BIBLIOGRAFY

Baker, M. (1988)
Incorpotion: a theory of grammatical function changing. Chicago, University of Chicago Press.

Bennis, H. (1986)
Gaps and Dummies. Dordrecht, Foris.

Booij, G. (1989)
''Complex verbs and the theory of level ordering''. Yn: G. Booij & J. van Marle (útjs.), *Yearbook of Morphology 2*. Dordrecht, Foris, 21-30.

Carlson, G. (1977)
'A unified analysis of the English bare plural', *Linguistics and Philosophy 1*, 413-456.

Carlson, L. (1981)
'Aspect and quantification'. Yn: Tedeschi & Zaenen (útjs.) (1981), 31-64.

Cartwright, H.M. (1979)
'Some remarks about mass nouns and plurality'. Yn: F.J. Pelletier (útj.), *Mass terms: some philosophical problems*. Dordrecht, 31-46.

Chierchia, G. (1985)
'Formal semantics and the grammar of predication', *Linguistic Inquiry 16*, 417-443.

Comrie, B. (1976)
Aspect. Cambridge, Cambridge University Press.

Dahl, Ö. (1981)
'On the definition of the telic - atelic (bounded - nonbounded) distinction'. Yn: Tedeschi & Zaenen (útjs.) (1981), 79-90.

Dowty, D.R. (1979)
Word meaning and Montague Grammar. Dordrecht, Reidel.

Haaften, T. van en dy (1985)
'Nominalisaties in het Nederlands', *GLOT 8*, 67-104.

Hoeksema, J. (1984),
Categorial Morphology. Diss. R.U. Groningen.

Hopper, P.J. & S.A. Thompson (1980)
'Transitivity in grammar and discourse', *Language 56*, 251-299.
Mithun, M. (1984)
'The evolution of noun incorporation', *Language 60*, 847-894.
Paardekooper, P.C. (1958)
ABN-spraakkunst. Voorstudies II. Den Bosch, Malmberg.
Quine, W.V. (1960)
Word and object. Cambridge (Mass.).
Roberts, I. (1987)
The representation of implicit and dethematized subjects. Dordrecht, Foris.
Rosen, S.R. (1989)
'Two types of noun incorporation: a lexical analysis', *Language 65*, 294-317.
Sadock, J.M. (1980)
'Noun incorporation in Greenlandic: a case of syntactic word formation', *Language 56*, 300-319.
Sadock, J.M. (1986)
'Some notes on noun incorporation', *Language 62*, 19-31.
Sapir, E. (1911)
'The problem of noun incorporation in American language', *American Anthropologist 13*, 250-282.
Schuurman, I. (1987)
'Incorporation in the Groningen dialect'. Yn: F. Beukema & P. Coopmans (útjs.), *Linguistics in the Netherlands 1987.* Dordrecht, 185-194.
Schuurman, I. & A. Wierenga (1986)
'Syntactische nomen-incorporatie bij infinitieven en deelwoorden'. Yn: C. Hoppenbrouwers en dy, *Proeven van taalwetenschap. Ter gelegenheid van het emeritaat van Albert Sassen.* Groningen, Nederlands Instituut R.U.G. [= *TABU* 1986], 339-350.
Tedeschi Ph.J. & A. Zaenen (útjs.) (1981)
Syntax and Semantics, Vol. 14. Tense and Aspect. New York ensfh., Academic Press.
Tenny, C.L. (1987)
Grammaticalizing aspect and affectedness. Diss. MIT.
Vendler, Z. (1967)
Linguistics in Philosophy. Ithaca, New York, Cornell University Press.
Verkuyl, H.J. (1972)
On the compositional nature of the Aspects. Dordrecht, Reidel.
Verkuyl, H.J. (1989)
'Aspectual classes and aspectual composition', *Linguistics and Philosophy 12*, 39-94.
Williams, E. (1981)
'On the notions 'lexically related' and 'head of a word'', *Linguistic Inquiry 12*, 245-274.
Zubizarreta, M.L. & T. van Haaften (1988)
'English *-ing* and Dutch *-en* nominal constructions: a case of simultaneous nominal and verbal projections'. Yn: M. Everaert en dy (útjs.), *Morphology and Modularity.* Dordrecht, Foris, 361-393.

In dei of trije: tusken leksikon en syntaksis

Jarich Hoekstra

0 Oanrin*

Yn dit stik jou ik in beskriuwing fan 'e konstruksje *in N of Num* yn it Frysk (ferlykje *in dei of trije*).

Yn it foarste part prissentearje ik de basisfeiten, hifkje in eardere analyze fan 'e konstruksje troch Jullens (1983) en set dêr myn eigen útstel foaroer.

Nei de syngroane analyze fan 'e konstruksje yn it foarste part besprek ik yn it oarde part in stikmannich diagroane ûntjouwingen dêr't de konstruksje *in N of Num* it útgongspunt foar west hat. Ik sil sjen litte hoe't dy prosessen fan grammatikalisearring en leksikalisearring ferklearre wurde kinne út 'e syngroane struktuer wei dy't ik foar de konstruksje útsteld ha.

Alhoewol't dit artikel earst en meast in deskriptyf doel hat -it beskriuwen fan in konstruksje en syn grammatikale neiteam -, ropt de analyze fan 'e konstruksje *in N of Num* ek in mannich teoretysk nijsgjirrige fragen op oangeande de rol fan haden en fan skaaimerkoerdracht (perkolaasje) yn 'e morfology. Fierders jout de konstruksje troch syn twaslachtich karakter tusken wurd en (idiomatyske) wurdkloft in skoander byld fan 'e dynamyk yn it skimergebiet tusken leksikon en syntaksis. Boppedat lit dit stik sjen hoe't in syngroane analyze stipe wurde kin troch diagroane feiten.

1 In N of Num

Yn dizze earste paragraaf besprek ik de basisfeiten oangeande de konstruksje *in N of Num*: Yn 1.1 bring ik de foarnaamste grammatikale skaaimerken fan 'e ferbining op it aljemint en yn 1.2 gean ik koart yn op 'e geografyske spried en it komôf dêrfan.

1.1 De basisfeiten

Foarbylden fan 'e konstruksje *in N of Num* yn it Frysk binne:

(1)

in dei of trije	in graad of alve
in oere of tsien	in gûne as fyftjin
in pûn of seis	in kear of sân
in meter of fiif	in man of tweintich

De konstruksje wurdt ymplejearre om in 'rûsd tal' oan te tsjutten. Sa betsjut *in dei of trije* bygelyks sokssawat as 'likernôch trije dagen'.

In N of Num is, sa't ik yn it neikommende sjen litte wol, in min ofte mear idiomatyske ferbining. It meast bestjurre ilemint yn 'e konstruksje is it oarspronklike bynwurd *of*.[1] Dat is alhiel paradigmaleas yn Paardekooperiaanske termen: it kin

net út it plak keard wurde troch oare lykskikkende bynwurden lykas *en* of *noch*.

De konstruksje wurdt ynlaat troch it wurdsje *in*, neffens de foarm it ûnbeskaat lidwurd. Yn paragraaf 2.3 sil ik de status fan *in* yn *in N of Num* wiidweidich besprekke. De ferbining kin ek foarôfgien wurde troch in beskaat lidwurd, *de* of *it*, mar, sa't ik aansten dúdlik meitsje sil, heart it beskaat lidwurd yn dat gefal net ta de eigentlike konstruksje.

De twa fariabele parten fan 'e konstruksje binne it haadwurd en it telwurd. It haadwurd is altyd morfologysk ientallich, hoewol't it yn 'e konstruksje as meartallich ynterpretearre wurdt. It is gauris in wurd dat in mjitte fan tiid, lingte, gewicht, ensfh. oantsjut. Gjin nychheid, at men betinkt dat dat de dingen binne dy't men typysk telt. Oare haadwurden binne lykwols út noch yn net ûnmooglik:

(2) in famke of fjouwer
in boek of tolve

It haadwurd yn 'e konstruksje kin net maklik modifisearre wurde. In haadwurd mei in eigenskipswurd derfoar is gewoanwei net tastien. At eigenskipswurd en haadwurd in semantyske ienheid foarmje is it risseltaat justjes better, mar net om fan it bearen. En mei gearsette haadwurden is de útkomst meast ek mar sa-sa.

(3) *in tsjep famke of fjouwer
?in sâlte hjerring of tsien
?in yndianeboek of tolve

Haadwurden mei in efteropsette modifisearder of komplemint binne likemin mooglik. Modifisearders of kompleminten kinne allinnich de rjuchtsbûteposysje fan 'e konstruksje ynnimme.

(4) *in famke mei blauwe eagen of fjouwer
in famke of fjouwer mei blauwe eagen

*in boek oer yndianen of tolve
in boek of tolve oer yndianen

Mjitteoantsjuttende haadwurden mei in haadwurdlik komplemint binne inkeld akseptabel at haad en komplemint in sterke semantyske ienheid foarmje. At dat net sa is, kin it komplemint mar wer allinnich yn 'e rjuchtermarzje fan 'e konstruksje ferskine.

(5) in bakje kofje of fiif
*in bakje of fiif kofje

in kroade of njoggen dong
*in kroade dong of njoggen

Op it plak fan it haadwurd kinne ek de telwurden *hûndert* en *tûzen* stean.[2] It komplemint fan sokke telwurden stiet ornaris wer oan 'e rjuchterkant fan 'e

konstruksje, útsein yn it gefal fan wurden as *gûne*, *jier* en *man*, dy't mei *hûndert* en *tûzen* in fêste ferbining foarmje.

(6) in hûndert of fiif cd's
*in hûndert cd's of fiif

in hûndert gûne of fiif
*in hûndert of fiif gûne

in tûzen jier of fiif
*in tûzen of fiif jier

in hûndert man of fiif
*in hûndert of fiif man

Alles meiinoar liket it derop dat it foarkommen fan it haadwurd yn 'e konstruksje *in N of Num* fierhinne beheind is ta de keale haadwurdlike kearn.

It telwurd yn 'e konstruksje moat semantysk meartallich wêze. Fierwei de measte telwurden binne semantysk èn syntaktysk meartallich. It syntaktysk meartallige telwurd *nul* en it syntaktysk ientallige telwurd *ien* akkordearje net mei de 'rûsd tal'-semantyk fan 'e konstruksje; it earste net, om't it semantysk net-spesifisearre is foar tal en it twadde net om't it semantysk ientallich is. De iennichste syntaktysk ientallige telwurden dy't har yn 'e ferbining *in N of Num* oppenearje kinne, binne deselden dy't mei it efterheaksel *-heal* ôflaat wurde fan rangtelwurden. Dat sokken yn 'e konstruksje foarkomme kinne, komt om't se semantysk besjoen meartallich binne.

(7)	in planke of seis	(seis planken)
	*in flater of nul	(nul flaters)
	*in suertsje of ien	(ien suertsje)
	in woarst of treddeheal	(treddeheal woarst)

It W.N.T. (X, 65), dat de Hollânske wjergader fan 'e konstruksje muoi wiidweidich besprekt, neamt as in beheining op it telwurd yn 'e konstruksje dat dat komselden boppe de tweintich komt, behalven at it om in heger getal giet dat as navenant lyts opfette wurdt. Oft it W.N.T. dêr gelyk oan hat, stiet neffens my tige yn 'e kiif: foarbylden lykas yn (8), mei in getal boppe de tweintich dat net as navenant lyts opfette wurdt, lykje my hiel gewoan ta.

(8) Der wiene wol in man of sechtich!

Wol is it sa dat men yn rûger ienheden begjint te tellen neigeraden dat men heger komt. Boppe de tweintich sil men al gau op fiiftallen of tsientallen oergean, by twahûndert op hûnderttallen, ensfh. It is no ienkear raar om te praten oer ?*in knyn of trijentachtich* of oer ?*omtrint trijentachtich kninen*. At men yn 'e hûndert- of tûzentallen komt, brûkt men ek meast de ferbining yn (6) (*in hûndert of fiif cd's*, ensfh.).

Behalven beskate telwurden kin yn 'e konstruksje *in N of Num* ek it ûnbeskate telwurd *wat* ferskine:

(9) in dei of wat
in gûne of wat
in kilo of wat
in drip of wat

De 'rûsd tal'-ynterpretaasje dy't eigen is oan 'e konstruksje, sit dêr al min ofte mear yn it ûnbeskate telwurd sels bebakt: *in drip of wat* betsjut dêrom sawat itselde as *wat drippen*. Net hielendal lykwols. By *wat drippen* giet it foar jins gefoel om in stikmannich poertafallige drippen, wylst men by *in drip of wat* it idee hat dat it om in stikmannich drippen giet dy't op ien of oare wize byinoar hearre. Ik kom dêr yn paragraaf 2.2 noch op werom.

Der binne mear ferskillen tusken it gewoane, foaropsette *wat* en *wat* yn 'e konstruksje *in N of Num*. It ûnbeskate telwurd *wat* kin gewoanwei modifisearre wurde troch bywurden lykas *muoi, frij* en *hiel*. Modifikaasje fan it telwurd is lykwols net mooglik yn 'e ferbining *in N of Num*.

(10) muoi/frij/hiel wat pjisken
*in pjisk of muoi/frij/hiel wat

Boppedat kin *wat* yn it gefal dat de haadwurdposysje ynnommen wurdt troch de telwurden *hûndert* of *tûzen*, wol yn 'e konstruksje *in N of Num* brûkt wurde, mar net yn foaropsette posysje:

(11) in hûndert of wat kij *wat hûndert kij
in tûzen gûne of wat *wat tûzen gûne

Ta beslút moat noch wiisd wurde op 'e ferbining yn (12):

(12) in stik of sân (protters)
in stik of tritich (meidoggers)

in stik of wat (titelroazen)

It wurd *stik* dat him dêr oppenearret, is it 'yndividualisearjende', mar fierders betsjuttingsleaze haadwurd dat men ek fynt yn *fyftich stik...*, *in stik klean*, *in stik ark*, *in stik bôle*, ensfh. en yn distributive útdrukkingen lykas *...it stik*, *stik foar stik* en *by 't stik*. Der is wol úthoden dat de wurdrige *in stik of* ta in telwurdmodifisearjend bywurd wurden is fan itselde slach as *likernôch*, *omtrint* en *op syn heechst* (sjuch paragraaf 2.1 foar in besprek fan sokke bywurden). Der is lykwols syntaktysk wol foargoed ferskil tusken bygelyks *in stik of fjouwer* en *likernôch fjouwer*. De ferbining *in stik of Num* hâldt en draacht him as ien wurd. Hy kin bygelyks ferskine yn 'e idiomatyske ferbining *mei jins Num-en* (de boarne-oantsjutting is hjir en tenei neffens it W.F.T.):

(13) a. Mei hiar stik of fiouweren namen se him by earmen en skonken en slingeren him midden în de felste lôge fen in barnende skuorre. [Fr. Hsfr. 107 (1866)]
b. Wy wierne dêr mei ús stik of tsienen fen kammeraten. [S. en R. 269 (1903)]

Telwurden mei in modifisearjend bywurd kinne net yn dy ferbining foarkomme (**mei har likernôch fjouweren*). Yn (13) wurdt *in* skrast nei it besitlik foarnamwurd *hiar/ús* (sjuch dêrta paragraaf 2.3).

Oant safier it besprek fan 'e basisfeiten fan 'e konstruksje. Ear't wy no neigeane hokker analyze fan 'e konstruksje oft dy feiten op 'en bêsten ferantwurdzje kin, wol ik earst, ta in better begryp fan 'e ferbining, noch in wurdmannich sizze oer de spried en it komôf dêrfan.

1.2 Spried en komôf

De konstruksje *in N of Num* komt, behalven yn it Frysk, ek foar yn it Hollânsk (*een dag of drie*) en yn it Dútsk, d.w.s. yn âlder Dútsk en Dútske dialekten (sjuch Grimm III, 114).[3] Yn it hjoeddeiske Heechdútsk seit men ynstee fan *ein Tag oder drei* sokssawat as *etwa drei Tage*.

In oanset ta de konstruksje fynt men fierders yn it Ingelsk (*a day or two*) en de Skandinaafske talen (Noarsk *en dag eller to*). Dêr komt de ferbining mar allinnich foar mei it telwurd 'twa'. It hat eigenskip en fetsje de ferbining mei 'twa' op as it 'prototype' fan 'e konstruksje. It Ingelsk en de Skandinaafske talen binne yn dat stadium stykjen bleaun; yn it Frysk, Hollânsk en Dútsk hat de konstruksje him fierder ûntjûn.

Dat is ek it útgongspunt fan it W.N.T. (X, 66) foar de histoaryske ferklearring fan 'e konstruksje *in N of Num*:

> Vermoedelijk is de uitdrukking begonnen bij het getal *twee*, en vandaar bij uitbreiding op *drie*, *vier* en verder overgebracht. Bij *twee* laat *of* zich in zijne gewone kracht verklaren: *een dag of twee*, d.i. *één dag of twee dagen*. (...) Bij hoogere getallen schijnt *of* in 't Mnl. nog niet voor te komen; maar niets was natuurlijker, dan dat men allengs tot *drie*, *vier* en hooger opklom, naarmate men de eigenlijke kracht der uitdrukking vergat. Daar kwam bij, dat nevens *een dag of twee* nog eene andere zegswijze in zwang is, t.w. *een dag vijf zes*, *een stuk tien twaalf* enz., waarvoor ook wel *een dag tien of twaalf* gezegd wordt (...), en waarin dus twee aangrenzende getallen door *of* (uitgedrukt of verzwegen) tegen elkander over worden gesteld. (...) De vergelijking van *een dag drie vier*, *een dag vijf, zes* enz. met de oude uitdrukking *een dag of twee* moest vanzelf aanleiding geven, dat men het een met het ander vermengde, en *of* nu ook bij hoogere getallen - maar toch alleen tot eene beperkte hoogte - begon te bezigen. *Een*, dat oorspronkelijk telwoord was, begon nu als lidwoord te gelden. Ook de enkelvoudige vorm van het znw. vindt op deze wijze haar gereede verklaring.

Hoewol't de ferklearring fan it W.N.T. my yn rûge halen wol oan wol, kinne der in pear dingen tsjin ynlein wurde.

Foarst kin men jin ôffreegje oft it wurdsje *in* yn 'e konstruksje wol as in gewoan lidwurd funksjonearret. Yn paragraaf 2.3 sil ik arguminten bybringe wêrom't dat foar it neist net sa is.

Oard liket it my net botte wierskynlik (en ek net nedich) ta dat de ûntjouwing fan 'e konstruksje fuortsterke is troch it bestean fan ferbiningen lykas *in dei trije fjouwer*. De fraach dy't nammentlik fuortendaliks by jin opkomt, is wêr't dy lêste ferbining, mei syn frijwat aparte efteropsette telwurden, dan weikomt. In ienfâldich andert op dy fraach soe wêze dat útdrukkingen lykas *in dei trije fjouwer* troch it weifallen fan *of* ûntstien binne út *in dei of trije fjouwer*. Mei oare wurden: ferbiningen lykas *in dei trije fjouwer* ha net meiholpen oan it ûntstean fan 'e konstruksje *in N of Num*; hja binne, krektoarsom, ûntstien út dy konstruksje. Yn paragraaf 3.2 sil ik de fariant fan 'e konstruksje mei twa telwurden yngeander besprekke.

2 In strukturele analyze

Yn dizze paragraaf jou ik in strukturele analyze fan 'e konstruksje *in N of Num*. Alderearst hifkje ik it better net te witten iennichste útstel dat yn 'e literatuer dien is foar in analyze fan 'e ferbining, Jullens (1983). Dat doch ik yn paragraaf 2.1 Dêrnei jou ik yn paragraaf 2.2 de rûge halen fan myn eigen útstel. Yn 'e twa paragrafen dy't dêroan folgje, arbeidzje ik myn analyze fierder út: yn 2.3 besprek ik de status fan *in* en yn 2.4 kongruïnsje en skaaimerkoerdracht yn 'e ferbining.

2.1 Jullens (1983)

Jullens (1983) behannelet foar it Hollânsk de konstruksje *in N of Num* yn it ramt fan 'e kategoriale grammatika. Hy besiket oan 'e hân fan dy ferbining sjen te litten dat de determinearder, dêr't er it telwurd ek ûnder beflapt, it haad fan in haadwurdkloft is.

Ferbiningen lykas *in dei of trije* hâlde en drage har dúdlikernôch as haadwurdkloften. Hja kinne bygelyks it ûnderwerp fan in sin útmeitsje. Men soe dan yn 'e earste opslach ornearje kinne dat it haadwurd it haad is fan 'e kloft. Mar de kongruïnsje tusken ûnderwerp en persoansfoarm yn sinnen lykas (14) wiist in oare kant út:

(14) In aai of tweintich foelen oer de kokensflier

De persoansfoarm jout him sa't it liket net nei it haadwurd (*aai*) - dat is altyd morfologysk ientallich yn 'e konstruksje -, mar nei it telwurd (*tweintich*).

Op grûn dêrfan konkludearret Jullens dat it telwurd it haad fan 'e konstruksje *in N of Num* wêze moat. Dat it telwurd en it haadwurd yn dit gefal net kongruearje (lykas yn *tweintich aaien*) smyt er op it feit dat it telwurd hjir efter it haadwurd stiet. Efteropsette eigenskipswurden kongruearje neffens him ek net mei it

haadwurd (ferlykje *lieve moeder* en *moeder lief*). Yn paragraaf 4.2 kom ik wiidweidich werom op 'e kongruïnsje by de konstruksje *in N of Num*.

Jullens nimt fierders oan dat *in ... of* in diskontinu leksikaal ilemint is dat fungearret as bywurdlike oanfolling by it telwurd krekt lykas bywurden fan it slach *likernôch*, *omtrint*, ensfh. *In ... of* foarmet mei it telwurd in foech komplekse determinearder en dy selektearret it haadwurd. Troch in syntaktyske operaasje moat it 'gat' yn *in ... of trije* dan noch opfolle wurde mei it haadwurd. De struktuer fan *in dei of trije* soe der by Jullens sa út sjen:

(15)



Myn grutste beswier tsjin Jullens syn útstel is dat it folslein foarbygiet oan it feit dat in *N of Num* in min ofte mear idiomatyske ferbining is. Jullens jout *in dei of trije* yn prinsipe deselde struktuer as *likernôch trije dagen*. Mar dêrtroch is er net bysteat en jou in ferklearring foar de ferskillen dy't der binne tusken 'e konstruksje *in N of Num* en gewoane haadwurdkloften mei in modifisearre telwurd. De spesifike skaaimerken fan 'e konstruksje dy 't wy obstrewearre ha yn paragraaf 1.1 bliuwe yn Jullens syn analyze in riedsel.

Men kin ek fraachtekens sette by Jullens syn analyze fan *in ... of* as in diskontinu bywurd. Net allinnich fanwegen de opfollingsoperaasje dy't dêr mei mank gean moatte soe, mar ek om't men jin ôffreegje kin oft *in* en *of* wol needsaaklik syntaktyske en semantyske funksje ha yn 'e konstruksje. Sa't aansten bliken dwaan sil, kinne *in* en *of* yn guon gefallen skrast wurde en soks ferwachtet men no just net fan funksjonele ileminten.

Oars, at *in ... of* yndie in bywurd wêze soe fan it slach *likernôch* ensfh., dan stiet it tige yn 'e kiif, oft de struktuer yn (15) wol doocht. Yn (15) is *in ... of* in suster fan it telwurd. It hat der lykwols in soad fan dat ferlykbere bywurdlike oanfollingen lykas, *likernôch*, *omtrint*, *krapoan*, *goed*, *grut*, *stiif*, *ryklik*, *mar*, *op syn heechst*, ensfh. gjin susters, mar muoikes fan it telwurd binne, d.w.s. berik ha oer de projeksje dy't foarme wurdt troch telwurd + haadwurd. Soks docht bliken oan it feit dat se net allinnich foar, mar ek efter it telwurd + haadwurd stean kinne:

(16) a. likernôch / omtrint /op syn heechst / goed, ensfh. trije dagen
b. trije dagen likernôch / omtrint / op syn heechst / goed, ensfh.

In struktuer dy't dêrmei strike soe, is (17), dêr't de bywurdlike oanfolling lofts of rjochts adjungearre is oan 'e haadwurdkloft dy't it telwurd + haadwurd ynhat:

(17)



At it diskontinuë *in ... of* ek in bywurd fan it type *likernôch* wêze soe, lykas at Jullens ha wol, dan soe it ek berik ha moatte oer it telwurd + haadwurd. Mar yn dat gefal kin Jullens syn analyze fan *in ... of Num* as komplekse determinearder net mear folhoden wurde. Fanwegen dy beswieren sil ik yn 'e neikommende paragraaf in oare oanpak fan 'e ferbining útstelle.

2.2 In N of Num *as idiomatyske ferbining*

Ik soe der yn dit stik op út wolle dat de konstruksje *in N of Num* in idiomatyske ferbining is, dy' t yn syn hiele hear en fear opnommen is yn it leksikon. It leksikon fan it Frysk befettet mei oare wurden de neikommende yngong:

(18) [in N of Num] 'likernôch Num N'

De leksikonyngong (18) bestiet út in rige formele ileminten, [in N of Num], dy't assosjearre is mei in spesjale betsjutting, 'likernôch Num N'.

Hoewol't idiomen min ofte mear bestjurre brokken taal binne, befetsje se gauris ileminten dy't noch syntaktysk aktyf binne. Yn (18) is *of* foar it neist in syntaktysk en semantysk alhiel loas ilemint. It ilemint *in* kin folslein leech wêze, mar it kin, sa't ik yn paragraaf 2.3 sjen litte sil, ek noch ta in hichte syntaktysk warber wêze. De fariabelen yn 'e konstruksje binne it haadwurd en it telwurd. Op it plak fan N en Num kinne min ofte mear frij haadwurden en telwurden ynfoege wurde.

N en Num yn (18) binne X^0-ileminten yn X'-teoretyske termen. Hja kinne net fierder modifisearre wurde. Boppedat kin it haadwurd gjin kompleminten nimme. Allinnich de hiele ferbining *in N of Num* kin modifisearre of komplemintearre wurde, sa't wy yn paragraaf 1 obstrewearre ha.

Ik nim fierders oan dat de minimale syntaktyske struktuer dy't oan [in N of Num] tawiisd wurdt, in binêre beam boppe N en Num is. Ferlykje (19):

(19)



De kombinaasje fan haadwurd en telwurd foarmet yn (19) in foech gearstald haadwurd, dus wer in X^0-ilemint. Yn paragraaf 1 ha wy al merkbiten dat de kep-

peling fan haadwurd en telwurd yn 'e ferbining *in N of Num* skaaimerken hat fan in (gearstald) wurd. Yn it foarste plak liket it derop as kin N + Num yn syn gehiel as in mjitteoantsjuttend wurd funksjonearje; net N, mar N + Num nimt gewoanwei it komplemint (ferlykje (5) en (6)). Oard ha wy sjoen dat ferbiningen fan it slach *in stik of Num*, mei it lege haadwurd *stik*, har hâlde en drage as X^0 yn 'e útdrukking *mei jins Num-en*. Hegere projeksjes binne yn dy ferbining net tastien (ferlykje (13)). Tred kin it subtile betsjuttingsferskil dat wy obstrewearre ha tusken *wat drippen* en *in drip of wat* no smiten wurde op it feit dat *wat* en it haadwurd yn it earste gefal in wurdkloft foarmje en yn it twadde in (gearstald) wurd.

My tinkt dêrom dat in struktuer as (19) al in frijwat realistysker byld jout fan 'e konstruksje *in N of Num* as Jullens sines yn (15). Yn 'e neikommende paragrafen sil ik myn analyze fierder útarbeidzje en der neiere arguminten foar bybringe.

2.3 De status fan in

It sil klearrichheid ha dat *in* yn *in dei of trije* net mear it ûnbeskate lidwurd is, dat men bygelyks fynt yn *in sierlike dei*. By in struktuer as (19) soe *in* in alhiel funksjeleas ilemint wêze. Dat dat ek wier sa wêze kin, docht bliken oan it feit dat *in* skrast wurdt, sagau't men der in wier lidwurd of lykfolhokker oare determinearder foar set. Ferlykje (20):

(20) de/dy/ús ... ɨ'ɲ dei of trije

It skrassen fan funksjeleas *in* yn (20) is net in isolearre ferskynsel. Men kin it ek obstrewearje by ûnbeskate telwurden lykas *in pear* en *in stikmannich*. It lege *in* yn sokke telwurden falt allyksa wei nei in lidwurd:

(21) de/dy/ús ... ɨ'ɲ pear strikken
de/dy/ús ... ɨ'ɲ stikmannich hoazzen

Hoewol't *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* in funksjeleas ilemint wêze kin, hoecht it dat nei myn betinken net te wêzen. Ik soe der op út wolle dat *in* yn bygelyks *in dei of trije* ek deselde ynterpretaasje krije kin as *in* yn 'e ferbining yn (22):

(22) in trije dagen
in tweintich sipels
in hûndert studinten

In trije dagen is in ein hinne synonym mei *in dei of trije*. De fraach is hokfoar ilemint oft *in* yn (22) krekt is. At men nei de betsjutting sjucht, tinkt men faaks yn 'e earste opslach oan in bywurd fan it slach *likernôch*. Der binne lykwols oanwizingen dat *in* yn (22), at it in bywurd is, yn alle gefallen net deselde posysje ynnimt as sokken lykas *likernôch*. Wylst dy lêsten foar it neist adjungearre binne oan 'e kloft Num + N (sjuch paragraaf 2.1), liket it derop dat dat *in* yn (22) it determineardersplak beset.

De earste, wat triviale oanwizing dêrfoar is fansels it feit dat it ûnbeskate lid-

wurd *in*, dêr't *in* 'likernôch' histoarysk sûnder mis mei gearhinget, ek in determinearder is.

Fierders ha wy yn paragraaf 2.1 sjoen dat bywurden fan it slach *likernôch* berik ha oer de ferbining fan telwurd + haadwurd en oan wjerskanten dêrfan foarkomme kinne. *In* 'likernôch' moat lykwols altyd foarop stean. Uteraard soe dat komme kinne fan ien of oare ideosynkratyske eigenskip fan *in*, mar it soe ek folgje kinne út 'e ienfâldige oannimming dat *in* it determineardersplak ynnimt.

In sterke oanwizing dat *in* 'likernôch' in determinearder is, is it feit dat it net kombinearre wurde kin mei oare determinearders:

(23) *de/dy/ús ... in trije dagen

At *in* 'likernôch' in bywurd wie, dan soe it ûndúdlik wêze wêrom't (23) net mooglik is. Men kin ommers skoan sokssawat sizze as *de likernôch trije dagen*. At *in* in determinearder is, dan folget de wankantens fan (23) fansels: der is mar romte foar ien determinearder.

Fierders kin men derop wize dat *in* 'likernôch' kombinearre wurde kin mei bywurden lykas *likernôch* en dat yn dat gefal de bywurden *goed* en *lyts* ferbûgd wurde kinne as in eigenskipswurd:

(24) in likernôch/omtrint/ryklik ... tweintich brieven
in goed(e) fyftich stimmen
in lyts(e) fjirtich beppesizzers

Sûnt Abney (1987) wurde haadwurdkloften gauris opfette as DP's (Determiner Phrases). It haad fan 'e determineardersklof, de determinearder, nimt in NP as komplemint. Op it plak fan 'e determinearder fynt men ileminten lykas lidwurden, oanwizende foarnamwurden, besitlike foarnamwurden, ensfh.

Ik soe no oannimme wolle dat ferbiningen lykas *in trije dagen* de neikommende struktuer ha, mei *in* op it determineardersplak:

(25)



Men soe faaks úthâlde kinne dat *in* in bywurdlik ilemint is fan it selde slach as *likernôch*, mar dat it ferskil is, dat it net ynfoege wurdt yn in adjunksjeposysje oan 'e NP, mar yn 'e funksjonele haadposysje D. De determinearder *in* 'likernôch' hat ynsafier formeel noch wol wat fan bywurden fan it slach *likernôch*, dat er krekt as dyselden berikt hat oer de ferbining Num + N.

At der in determinearder *in* is mei de betsjutting 'likernôch', dy't foarkomt

foar kombinaasjes fan Num + N, dan soe *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* ek sa ynterpretearre wurde kinne (al steane telwurd en haadwurd dêr oarsom en foarmje se gjin wurdkloft tegearre, mar in gearset wurd). Wy soene de struktuer yn (19) dus moolk ferfange kinne troch deselde yn (26):

(26)



De stippele streekjes yn (26) tsjutte oan dat it mooglik is en ynterpretearje *in* as in determinearder, mar net perfoarst needsaaklik. It betsjuttingsmomint 'likernôch' dat de determinearder ynhat, is ommers al begrepen yn 'e leksikale betsjutting fan 'e hiele konstruksje ('likernôch Num N').

Stiet op it determineardersplak in beskate determinearder, dan kin *in* allinnich mar opfette wurde as in funksjeleas ilemint en as sadanich wurdt it dan skrast (ferlykje (20)).

Foar de hypteze dat *in* yn 'e konstruksje, *in N of Num* yndie (ek) as in determinearder *in* 'likernôch', dus as in funksjoneel ilemint, ynterpretearre wurde kin, kinne de neikommende arguminten bybrocht wurde:

Foarst: *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* kin it feralgemienjende *sa* foar him krije lykas *in* yn *in trije dagen* en lykas (oare) bywurden mei (sawat) deselde betsjutting:

(27) sa'n dei of trije

sa'n trije dagen
sa likernôch trije dagen
sa omtrint trije dagen
sa om-ende-by trije dagen

Oard: *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* kin (koe?) soms ferdûbele wurde, sa't de foarbylden yn (28) sjen litte:

(28) a. mar én stik eft én trye [Id. 98 (1845)]
b. Um en ûre eft in trye [S.J. Hoekstra, reis 33 (1853)]
c. It is nou sa hwet in ûre of in trye de neimiddeis [T.G. v.d. Meulen, fen 81 (1860)]
d. in jier ef in acht. [T.G. v.d. Meulen, Sw. 3 (1897)]
e. in stik of in fjouwer. [Opj.: Y. Poortinga, út Winsum (1940) - W.F.T. (ms.) s.v. *of*]

Yn (28) ferskynt yn 'e konstruksje in twadde *in* op it plak foar it telwurd. In ienfâldige ferklearring foar dat kopiearjen fan *in* is dat de determinearder *in* 'likernôch' yn it ûnmarkearre gefal, d.w.s. yn ferbiningen lykas *in trije dagen*, foar it telwurd komt. Soe *in* altyd in funksjeleas element wêze yn 'e konstruksje, dan soe it kopiearjen fan *in* folle minder yn 'e reden lizze.[4]

In nijsgjirrige fraach út in diagroan eachweid is hoe't it ûnbeskate lidwurd *in* him yn it Frysk ûntjûn hat ta in determinearder mei de bywurdlike betsjutting 'likernôch'. Yn paragraaf 3.1 sil ik sjen litte dat it foarkommen fan *in* 'likernôch' op 'en nausten gearhinget mei it bestean fan 'e konstruksje *in N of Num*.

2.4 Kongruinsje en skaaimerkoerdracht

Yn dizze paragraaf wol ik besjen ynhoefier't it ferskynsel fan kongruinsje ús wat mear fertelle kin oer de strukturele ferhâldingen yn 'e konstruksje *in N of Num*. Yn myn besprek meitsje ik ûnderskie tusken *eksterne kongruinsje* en *ynterne kongruinsje*. Under eksterne kongruinsje ferstean ik de kongruinsje tusken 'e determineardersкloft (DP) en in ilemint dêrbûten (bgl. de persoansfoarm of in betreklike foarnamwurd), ûnder ynterne kongruinsje de kongruisje tusken determinearder en haadwurd yn 'e DP sels.

Lit my begjinne mei de eksterne kongruinsje. Wy ha al sjoen dat de konstruksje *in N of Num*, at er tsjinnet as ûnderwerp, ornaris meartallich kongruearret mei de persoansfoarm, at it telwurd meartallich is. Ik jou noch in foarbyld:

(29) Der waarden in beam of tsien omkapt

At de konstruksje in syntaktysk ientallich telwurd op *-heal* befettet, is de eksterne kongruinsje fan 'e ferbining ientallich:

(30) Der wie noch in pankoek of oardeheal oer

It liket der dus op dat net it haadwurd, mar it telwurd op ien of oare wize ferantwurdlik is foar de meartallichheid fan 'e haadwurdkloft. Op grûn fan 'e eksterne kongruinsje soe men konkludearje kinne dat it telwurd fungearret as it haad fan 'e konstruksje, yn alle gefallen wat it skaaimerk [tal] oanbelanget. Soks soe kreas strike mei it feit dat it Frysk yn 'e morfology yn it ginneraal rjuchtshadich is. Lit ús no ris neigean ynhoefier't ien en oar befestige wurdt troch de ynterne kongruinsje yn 'e haadwurdkloft.

Tusken it haad fan 'e DP, D, en it haad fan 'e NP, N, bestiet in beskate kongruinsjeferhâlding. De feiten yn (31) binne dêr in hiel simpel foarbyld fan:

(31) de/*it baarch — de/*it bargen/boeken
*de/it boek

De-wurden lykas *baarch* kinne yn it iental allinnich foarkomme mei it beskate lidwurd *de*, it-wurden lykas boek allinnich mei *it*. Meartallige haadwurden, likefolle oft it de- of it-wurden binne, ha it beskate lidwurd *de* by har.

Wy ha niis al sjoen dat de konstruksje *in N of Num* foarôfgien wurde kin troch beskate determinearders. At it telwurd yn 'e konstruksje meartallich is, soe men ferwachtsje dat de ferbining yn dat gefal altiten it beskate lidwurd *de* by him krije kin. It meartallige lidwurd *de* is inkeld murken as [+meartal] en is net spesifisearre foar slachte.

Yn 'e earste opslach liket dy foarsizzing net nei te kommen. De foarbylden yn (32) suggerearje dat de determinearder (hjirre: it lidwurd) altyd kongruearret mei it haadwurd fan 'e konstruksje, likefolle oft it telwurd ien- of meartallich is:

(32) a. de/*it baarch of tsien
??de/it boek of tsien

b. de/*it baarch of oardeheal
*de/it boek of oardeheal

Sagau't men lykwols sjucht nei de eksterne kongruinsje fan 'e haadwurdkloften yn (32a), docht bliken dat de foarsizzing meskien dochs sa raar net wie. Yn (33) kin men obstrewearje dat allinnich de haadwurdkloften mei it lidwurd *de* in meartallige eksterne kongruinsje ha kinne; deselden mei *it* kinne allinnich ientallich kongruearje:

(33) a. de baarch of tsien dy't op it hok *lei/leine
b. it boek of tsien dat/*dy't ik lêzen ha

It lidwurd *de* yn (33a) kin mei oare wurden allinnich mar it meartallige *de* wêze en net it ientallige *de* dat spesifisearre is foar de-slachte. (33a) foarmet dus yndie stipe foar it idee dat it telwurd it tal fan 'e konstruksje beskaat.

It probleem is (33b). Nei oanlieding fan *it boek of tsien* moatte wy ús twa dingen ôffreegje. Foarst: wêrom is it meartallich lidwurd *de* dêr, tsjin ús ferwachting, net mooglik. En oard: wêrom is it lidwurd *it* wol mooglik en wêrom kin de haadwurdkloft yn dat gefal ientallich wêze, nettsjinsteande it feit dat it telwurd meartallich is.

Lit ús earst besykje om in andert te jaan op 'e earste fraach. Nim ris oan dat it meartallige *de* wol mooglik is yn (33b), dat men op himsels sokssawat sizze kinne soe as *de boek of tsien dy't ik lêzen ha*, mar dat der ien of oare eksterne faktor is dy't makket dat sa'n ferbining jin lykwols net rjocht oan wol. It is net sa slim te rieden wat dy faktor wêze kinne soe. Wat jin steurt oan *de boek of tsien*, is it feit dat in ientallich it-wurd, *boek*, dêr ferskynt mei it lidwurd *de* lyk foar him. Yn normale gefallen, d.w.s. bûten 'e konstruksje *in N of Num*, komt soks net foar. Wêr't ik, koartsein, op út wolle soe, is dat *de boek of tsien* net ûngrammatikaal is yn 'e strange sin, mar dat dy ferbining persepsjonele problemen jout: ús taalferwurkingssysteem rint stomp op in folge fan *de* en in ientallich it-wurd.

Dat wy de oplossing dy kant út sykje moatte, docht nei myn betinken bliken oan it feit dat meartallich *de* wol mooglik is, of alteast better wurdt, yn 'e oanbelangjende omkrite, at it haadwurd in haadwurd is dat yn it meartal deselde foarm hat (of ha kin) as yn it ientall. Dat is it gefal by wurden lykas *bern*, *skiep* en *(nyl)hoars*:

(34) de bern of sân dy't yn 'e klasse sieten
de skiep of fyftich dy't skeard waarden
de nylhoars of acht dy't yn 'e blabze leine

Ferlykje ek de neikommende oanhalen mei *jier* út 'e literatuer:

(35) a. Yn d' earste jier ef trije, dy nou folgen, foel der neat foar. [S.K. Feitsma, Sw.11 (1879)]
b. Ik haw wol heard, dat se er hast forgees of foar de rinte wenne hiene, dy jier tsien, olwe. [H.G. van der Veen, kaertlizzer 52 (1856)]

Yn (35b) is *of* weifallen foar de twa telwurden (sjuch paragraaf 3.2).

De grammatikaliteit fan (34) en (35) suggerearret hiel sterk dat it by de wankantens fan *de boek of tsien* giet om in parsearprobleem. It minsklike taalferwurkingssysteem lit him moolk ferbjusterje troch sokssawat oerflakkichs as de fonetyske gelikens fan ien- en meartalsfoarm, de grammatika net. Wy kinne dus fêststelle dat meartallich *de* soms mooglik is by it-wurden yn 'e konstruksje *in N of Num* (sjuch (34) en (35)). En dat soks yn 'e measte gefallen net kin, hat foar it neist in reden dy't bûten de grammatika leit.[5]

De fraach dy't der oerbliuwt is dan wêrom oft yn in gefal as (33b) *it* wol ferskine kin en wêrom oft de ferbining dan ientallich is. In earste ding dat jin opfalt is dat *it* ek lang net foar alle haadwurden (it-wurden) like goede risseltaten opsmyt. Ferlykje:

(36) ?it bern of sân dat yn 'e klasse siet
?it hûs of fjirtich dat fan 't jier boud is
?it hynder of tsien dat de koets loek

It liket der boppedat op as hat *it boek of tsien* yn (33b) in foech kollektyflêzing. *It boek of tsien* is allinnich mooglik as oantsjutting foar in beskate hoemannichte lêsstof, net foar in tal tafallige boeken. At in ienheidslêzing fan 'e ferbining net yn 'e reden leit lykas yn (36), is *it* ek net mooglik.

Wat men by gefallen as *it boek of tsien* obstrewearje kin, is it ferskynsel fan 'unit counting' (ferlykje Verkuyl (1981)): in ferbining fan telwurd + haadwurd wurdt as in ienheid opfette en begjint ientallich te kongruearjen. Ferlykje bygelyks ek:

(37) De fjirtjin dagen wie(ne) samar foarbygien

In ienheidslêzing kin maklikst foarkomme by de kombinaasje fan in telwurd + in typysk mjitteoantsjuttend wurd. Yn (38) jou ik noch in stikmannich foarbylden fan 'e konstruksje *in N of Num* mei in ienheidslêzing en dus mei ientallige kongruinsje:

(38) in dei of sân gie foarby
de wike of trije dy't ferrûn wie
de kilometer of fiif dy't draafd waard

it jier of tolve dat foarby gien wie
it tsientsje of seis dat ferspile waard

It lidwurd *de* yn (38) is fansels it ientallige, net it meartallige *de*.

It hat der no in soad fan dat yn 'e konstruksje *in N of Num*, at er as in ienheid opfette wurdt, de determinearder (neffens slachte) kongruearret mei it haadwurd. En yn 'e konstruksje mei it ientallige telwurd *oardeheal* kongruearret de determinearder sa't it liket ek altyd mei it haadwurd (ferlykje (32b)). Pleitet soks dan dochs wer net tsjin ús eardere konklúzje dat it telwurd it haad fan 'e konstruksje is?

Ik soe úthâlde wolle fan net. De frijwat gearstalde kongruinsjeferhâldingen dy't wy fine by de konstruksje *in N of Num*, folgje by myn analyze fan 'e ferbining folslein út 'e universele skaaimerkoerdrachtkonvinsjes (ferlykje Lieber (1989)).

De morfosyntaktyske skaaimerken fan it haad wurde allegearre oerdroegen op 'e moerknoop (ferlykje Lieber har *Head Percolation*). It telwurd is spesifisearre foar [tal] en beskaat as haad (as rjuchterpart fan 'e konstruksje) it tal fan 'e hiele konstruksje. De konstruksje is dus ientallich yn it gefal dat it telwurd in ôflieding op *-heal* is en meartallich yn oare gefallen (efkes ôfsjoen fan it spesjale gefal dat wy te krijen ha mei 'unit counting').

Telwurden binne net spesifisearre foar it skaaimerk [slachte]. Dat betsjut dat it haadwurd yn 'e konstruksje, sels al is it net it haad, dochs it slachte fan 'e konstruksje beskiede kin (ferlykje Lieber har *Back Up Percolation*). Yn 'e meartallige konstruksjes kin men dat net sjen, om't yn it meartallich lidwurd *de* de- en it-slachte neutralisearre binne. Mar yn 'e ientallige konstruksje mei in *heal*-ôflieding en yn 'e gefallen fan 'unit counting' komt it dúdlik út. Yn dy lêste konstruksje wurdt it syntaktysk meartal fan it telwurd oertroeve troch it semantysk iental fan 'e hiele ferbining. It haadwurd beskaat lykwols noch hyltyd it slachte fan 'e konstruksje.

In fraach dy't noch net beändere is, is hoe't de konstruksje oan syn kategoriale skaaimerk [N] komt. At it telwurd it syntaktysk haad fan 'e konstruksje is, dan soe men ferwachtsje dat de hiele konstruksje in telwurd wêze soe. Dat is lykwols net it gefal. It kategoriale skaaimerk moat dus wol komme fan it haadwurd, it nethaad. Ik soe oannimme wolle dat de haadwurdlike status fan 'e konstruksje ôftwongen wurdt troch de betsjutting dy't der leksikaal mei assosjearre is (sjuch paragraaf 2.2); in ferbining mei de betsjutting 'likernôch Num N' past mar allinnich by in haadwurdlike kloft. Mei oare wurden, de kategoriale status fan 'e konstruksje is leksikaal beskaat.

Yn (39) haw ik gearfetsjend werjûn hoe't de skaaimerkoerdracht yn 'e konstruksje *in N of Num* nei myn betinken yn syn wurken giet:[6]

(39)



Ik soe ta beslút úthâlde wolle dat der gjin reden is om de ferbining mei it yndividualisearjende haadwurd *stik* prinsipieel oars te behanneljen as de algemiene konstruksje. By de ferbining *in stik of Num* ha wy, sa't ik al sjen litten ha, net te krijen mei in telwurd dat modifisearre wurdt troch in kompleks bywurd *in stik of* mei de betsjutting 'likernôch', sa't Jullens (1983, 112) bygelyks ha wol. *In stik of Num* is in haadwurdlike ferbining dy't him lykwols semantysk hâldt en draacht as in telwurd fanwegen it feit dat it haadwurd *stik* gjin ynhâld hat.

Der kin konkludearre wurde dat kongruïnsjeferskynsels dy't yn dizze paragraaf op it aljemint west ha, fierdere evidinsje jouwe foar de krektens fan 'e hypteze dat de konstruksje *in N of Num* yn syn meast keale foarm in (gearset) wurd is. No't wy de syngroane struktuer fan 'e konstruksje *in N of Num* fêststeld ha, kinne wy hinnegean en besprek in stikmannich diagroane aspekten fan 'e ferbining.

3 De neiteam

Yn dizze paragraaf besprek ik in stikmannich diagroane ûntjouwingen dy't de ferbining *in N of Num* as basis hân ha. Ik sil sjen litte hoe't dy te ferklearjen binne út de syngroane struktuer wei dy't ik yn paragraaf 2 foar de konstruksje útsteld ha. De diagroane feiten foarmje fierdere evidinsje foar myn syngroane analyze.

3.1 In *'likernôch'*

Yn paragraaf 2.3 haw ik sjen litten dat *in* yn ferbiningen lykas *in trije dagen*, dus foar de kombinaasje Num + N, foar it neist in bywurdlike determinearder is mei de betsjutting 'likernôch'. Fierders haw ik besocht om oannimlik te meitsjen dat *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* ek sa ynterpretearre wurde kin. It sil klearrichheid ha dat *in* 'likernôch' op ien of oare wize histoarysk gearbrocht wurde moat mei it ûnbeskaat lidwurd *in*.

Ik soe der op út wolle dat *in* yn 'e konstruksje *in N of Num* net allinnich syngroan ynterpretearre wurde kin as in bywurdlike determinearder, mar dat dy konstruksje histoarysk besjoen ek faar stien hat oer dat grammatikale ilemint.

It is opfallend dat, behalven yn it Frysk, in ûnbeskaat lidwurd mei de betsjutting 'likernôch' ek foarkomt yn it Hollânsk (ferlykje W.N.T. III, ii, 3811) en yn it Dútsk (ferlykje Grimm III, 137), mar net yn it Ingelsk en de Skandinaafske talen. Om't it Frysk, it Hollânsk en it Dútsk ek de iennichste talen binne dêr't de konstruksje *in N of Num* him set hat, soe men jin ôffreegje kinne oft dy konstruksje net de boarne fan *in* 'likernôch' west hat.

Men soe jin dat sa foarstelle kinne:

Lykas yn paragraaf 1.2 beskreaun, ûntstie út in oarspronklike disjunksje de idiomatyske ferbining *in N of Num* mei de betsjutting 'likernôch Num N'. It hat alle eigenskip dat it betsjuttingsmomint 'likernôch' op in stuit keppele wurden is oan 'e determinearder *in*, dy't syn funksje as ûnbeskaat lidwurd kwytrekke wie yn 'e konstruksje. Doe't dy assosjaasje syn beslach krige hie, koe *in* 'likernôch' fan 'e idiomatyske ferbining *in N of Num* oerhippe nei de wenstige ferbining fan telwurd + haadwurd.

It idee dat *in* 'likernôch' fan 'e konstruksje *in N of Num* ôfkomt, is net nij. Grimm (III, 137) skriuwt al hiel hoeden: ''dieser redegebrauch mahnt an den sp. 114 erörterten [ntl. oer de ferbining *in N oder Num*, J.H.] und es scheint beinahe gleichviel zu sagen *ein jahr oder drei warten* und *ein drei jahr warten*''. En Behaghel (1923, 49) seit by it besprekken fan 'e konstruksje *ein N oder Num* planút: ''Aus der Stellung vor Substantiv geht *ein* dan auch über in die Verwendung unmittelbar vor dem Zahlwort''. En dêrnei jout er in stikmannich foarbylden, bgl. *ein dreissig Männer*.

3.2 In dei twa trije

It meast 'ûnnutte' ilemint yn 'e konstruksje *in N of Num* is it oarspronklike disjunktive bynwurd *of*. Dat hat alhiel gjin grammatikale funksje mear yn 'e ferbining, dat it leit yn 'e reden dat har by *of* reduksjeferskynsels oppenearje sille.

Yn guon Dútske dialekten sjucht men dat *oder* gearlutsen wurdt mei it foarôfgeande haadwurd.[7] Ferlykje Grimm (III, 114): ''Aus diesem *ein tag oder drei*, *ein stück oder vier*, *ein thaler oder sechs* hat nun die volkssprache mit gekürztem und einverleibtem *oder* gemacht *ein tager drei*, *ein stücker vier*, *ein thalerer sechs*, gleich als sei hier eine unerhörte flexion der substantive im spiel''. Yn sokke dialekten wurdt it disfunksjonele *oder* dus redusearre en sabeare funksjoneel makke troch der in foech útgong op it haadwurd fan te meitsjen.

De meast radikale menier om *of* te redusearjen is fansels om it alhiel te skrassen. Dat is wat yn it Frysk gauris bard is. Yn dizze en de neikommende paragrafen besprek ik in stikmannich gefallen dat *of* weifallen is yn 'e konstruksje *in N of Num*. It liket der dêrby op, as hat *of* oanstriid om wei te wurden, at de 'rûsd tal'-betsjutting dy't ynherint is oan 'e konstruksje, op in oare wize útdrukt wurdt.

Sa wurdt it bynwurd *of* trochstrings weilitten at yn 'e konstruksje, ynpleats fan ien, twa asyndetysk lykskikte telwurden foarkomme. Ferlykje:

(40) in dei (of) twa trije
in sigret (of) seis sân
in glês (of) tritich fjirtich

De konstruksje yn (40) korrespondearret fansels mei de ferbining yn (41), dêr't de twa telwurden foar it haadwurd steane:

(41) (in) twa trije dagen
(in) seis sân sigretten
(in) tritich fjirtich glêzen

De twa oaninoarfolgjende telwurden tsjutte dêr al in 'rûsd tal' oan, al is in ekstra rûzend *in* net ûnmooglik. Fan 'e beide telwurden is it twadde gewoanwei ien wearde (iental, tsiental, ...) heger as it earste. It sil dúdlik wêze dat in sin lykas (42) dêr net in útsûndering op is:

(42) Om in ûre of tolf-ien giet de boat wer fuort
[N.J. Haisma, simmerdagen 43 (19523)]

It feit dat de twa telwurden al in 'rûsd tal' oantsjutte, makket faaks dat *of* yn (40) wippelich wurdt en meastentiids weibliuwt.

De konstruksje *in N of Num* sûnder *of* en mei in dûbeld telwurd kin ek foarkomme mei it dummy-haadwurd *stik*. In pear foarbylden út 'e literatuer binne te finen yn (43):

(43) a. Hy naem, sonder lîgen, ien stik njoggen tsjien.
[W. Dykstra, heamiel 85 (1850)]
b. It bistiet üt in stik fiif, sêchs froulju en tsjinstfammen.
[H.G.v.d.Veen, F.m.n. 55 (1881)]

Dy ferbining mei *stik* en twa telwurden kin him wer oppenearje yn 'e idiomatyske útdrukking *mei jins Num-en*:

(44) a. Wy spatten er wol mei ues stik tjien alwen yn.
[Eman, gearkomste 12 (1852)]
b. Al eardor foer ma'r ow, / Um da ōre ky to kryan / Tel, mei hiar stik tua-thryon.
[S.J.Hoekstra, Id. 95 (1854)]
c. Fammen (...) stiene hjir of dêr mei hjar stik twa trijen om in hoekje fen in muorre of in sket to kypjen en to loeren.
[W.Dykstra, Fr. V. Alm. 38 (1890)]

3.3 In deitwa

Yn it gefal dat it telwurd yn 'e konstruksje *twa* is, falt *of* ek hiel faak wei. Ferlykje de neikommende foarbylden:

(45) a. de earste dei twa [D.Hansma, Sw. 42 (1854)]
b. én romer fol twa [Id. 124 (1847)]
c. sa'n tûzen goune twa [M.H.B., S. en R. 230 (1903)]
d. det lêste wirdtsje-twa fen heit [R.Brolsma, groun 240 (1940)]
e. in reistwa [Heit. 60 (1947)]

(46) a. in stik twa swinemagen [T.G.v.d.Meulen, amerika 14 (1860)]
b. in stik twa wattebiters [S. Kloosterman, hoara's 165 (1940)]

Yn 'e ferbining *in N of twa* koe it telwurd de spesifike betsjutting 'in pear' krije. Men soe faaks sizze kinne dat *twa* ta in efterheaksel wurden is. It weifallen fan *of*, mar ek it ferbiningsstreekje yn (45d) en it oaninoar skriuwen yn (45e), kinne beskôge wurde as oanwizingen foar in sterkere bân tusken it haadwurd en *twa*.

Behalven foar *twa*, wurdt *of* ek gauris wei foar *oardeheal*, *treddeheal* en *trije*, foar de telwurden alsa dy't binnen it betsjuttingsberik fan 'in pear' falle:

(47) a. nei 'n wijke trije [P.G.Deketh, tjead (9) (1823)]
b. in stik trije sapkanalebondels [B.H.Brouwer, Heit. 13 (1949)]
c. in jier oardeheal [J.S.v.d.Steegh, oantinken 190 (1884)]
d. en ure threddeheal hjir fen dinne [Id. 147 (1870)]

Foar oare inkelde telwurden yn 'e konstruksje *in N of Num* bliuwt *of* stean. De neikommende gefallen lykje yn it earste oankommen tsjinfoarbylden:

(48) a. ien hoendert goune fierdeheal [H.G.v.d.Veen, kaertlizzer 20 (1856)]
b. in wike fjouwer dêrnei [G.P., Sw. 35 (1879)]
c. en moanne fîf [Id. 53 (1866)]

Yn (48) giet it lykwols om in suver fonetysk reduksjeproses: *of* (sprek út [əf]) is dêr weiwurden tusken 'e einichste *-e* fan *gûne*, *wike* en *moanne* en de begjin-*f* fan *fjirdeheal*, *fjouwer* en *fiif*.

De efterheakselstatus fan *twa* yn *in dei()twa* (en dan moolk ek fan *oardeheal*, *treddeheal* en *trije*) is net alhiel ûnproblematysk. Net allinnich om't der net safolle direkt bewiis foar is - it iennichste dat der op tsjut dat *twa* him ferselsstannige hat ta in suffiks mei de 'rûsd tal'-betsjutting 'in pear', is einliks it weifallen fan *of*-, mar ek om't de technyske útwurking fan dat idee wat lestich is.

Lit ús ris oannimme dat him út 'ferbining *in N of twa* sa njonkelytsen yndie in efterheaksel *-twa* losmakke hat. Wat binne dan de skaaimerken fan sa'n efterheaksel? Om te begjinnen selektearret it haadwurden en hat it de betsjutting 'in pear'. It produkt fan in efterheakselôflieding mei *-twa* is in meartallich haadwurd mei de betsjutting 'in pear N'.

It haad fan 'e ôflieding is, lykas wenst yn it Frysk, it rjuchterpart, it efterheaksel *-twa*. Dat moat yn alle gefallen de boarne wêze fan 'e meartallichheid fan it wurd (ferlykje *de deitwa dy't foarby gien wiene*). It efterheaksel *-twa* kin kategoriaal besjoen net mear in telwurd wêze. Yn dat gefal soene ôfliedingen mei *-twa* ek telwurden wêze moatte. De betsjutting kin diskear net de haadwurdlikheid fan 'e ôflieding ôftwinge, mei't dy, oars as by de idiomatyske ferbining *in N of Num*, net leksikaal jûn, mar komposisjoneel is.

Der binne no twa mooglikheden: òf *-twa* is in haadwurdlik suffiks wurden òf *-twa* is in kategoriaal transparant efterheaksel. Yn it earste gefal ret *-twa* foar de haadwurdlikheid fan 'e ôflieding. Yn it oare gefal mei, om't it haad net foar wurdsoarte murken is, it kategoriale skaaimerk fan it net-haad (hjirre: it haadwurd) op 'e moerknoop oerdroegen wurde. Ik ha beide mooglikheden foar de dúdlikheid werjûn yn (49)

(49) a.



b.



Om kieze te kinnen tusken (49a) en (49b), sjugge wy nei it slachte fan 'e ôflieding. Mei't ôfliedingen op *-twa* ornaris meartallich binne, is soks gewoanwei net fêst te stellen. Dat, wy sille sjen moatte nei de gefallen dat de ferbining in ienheidslêzing hat. De feiten yn (50) dogge útwizing dat it haadwurd yn dat gefal it slachte beskaat:

(50) a. de deitwa dy't foarby gie
*it deitwa dat foarby gie
b. it jiertwa dat foarby gie
*de jiertwa dy't foarby gie

It lidwurd fariearret mei de kar fan it haadwurd. It haadwurd beskaat mei oare wurden it slachte. Dat betsjut dat it efterheaksel *-twa* net haadwurdlik wêze kin. Oars soe dat it slachte unyk beskiede moatte, d.w.s. it slachte soe dan òf 'de' òf 'it' wêze moatte. Dat sadwaande moat (49b) de struktuer wêze fan 'e ôflieding. De skaaimerkoerdracht giet by ôfliedingen op *-twa* dus krekt sa yn syn wurken as by de konstruksje *in N of Num*, dêr't se op tebek geane (sjuch (39)).

At *-twa* in efterheaksel is, dan is der noch in probleem. De ôflieding hat nammentlik noch altyd it *in*-ilemint by him, dat eigen is oan 'e konstruksje *in N of Num*. Men kin net sizze **Wy ha deitwa fuort west*; it is altyd *Wy ha in deitwa fuort west*. At *deitwa* in ôflieding is mei de betsjutting 'in pear dagen', wat is *in* dan?

Ik soe oannimme wolle dat *in...twa* in foech 'diskontinu affiks' foarmet. It soe, mei oare wurden, krekt sa'n soarte fan ilemint wêze as *ge...te* yn kollektive ôfliedingen yn it Hollânsk:

(51) ge-vogel-te
ge-dier-te
ge-blader-te
ge-boef-te

No binne 'diskontinue affiksen' frijwat ûngelokkige dingen, at men fêsthâlde wol oan it idee dat syntaktyske/morfologyske struktuer binêr is. Dêrom soe ik úthâlde wolle dat 'diskontinue affiksen' winliks analysearre wurde moatte as in suffiks + in stamútwreiding op it grûnwurd. Stamútwreidingen of augminten binne semantysk en syntaktysk disfunksjonele morfemen (lege taheaksels of partikels). De struktuer fan bygelyks *gevogelte* en *in deitwa* wurdt sa nei myn betinken útmakke troch in kreas binêr útstrampeljend beamke:

(52)

Dêrby binne *-te* en *-twa* efterheaksels. In ferskil tusken beide suffiksen is dat *-te* haadwurdlik wêze moat - it beskaat it slachte fan 'e ôflieding (ferlykje *de vogel* -

het gevogelte) -, wylst *-twa*, sa't wy sjoen ha, kategoriaal transparant is, d.w.s. gjin wurdsoarteskaaimerk hat. De ileminten *ge-* en *in* binne stamútwreidingen fan respektyflik de haadwurden *vogel* en *dei*.

Ik ha wat technysk arkemint oanslepe moatten om sjen te litten dat *-twa* yn *in deitwa*, ensfh. in efterheaksel wêze kin. Ik ha oannimme moatten dat *-twa* in kategoriaal transparant efterheaksel is en dat *in* in augmint is. It is dêrom net ferkeard en wiis derop dat dy beide konsepten yn 'e morfologyske teory nedich binne, ûnôfhinklik fan it spesifike probleem fan 'e ôfliedingen op *-twa*.

In augmint fine wy, sa't wy al sjoen ha, ek yn Hollânske ôfliedingen fan it slach *gevogelte*. In oar foarbyld fan in kategoriaal transparant efterheaksel yn it Frysk is it ferlytsingssuffiks *-kes/tsjes/jes*. Ofliedingen mei dat efterheaksel hâlde altyd de wurdsoarte fan it grûnwurd (eigenskipswurd, bywurd of útropwurd):

(53) a. (hy is) minnich - minnichjes
b. (de trein ried) stadich - stadichjes
c. och heden - och heedsjes

De ûntjouwing fan it telwurd *twa* yn 'e konstruksje *in N of Num* ta in efterheaksel is net in al te grutte stap, at men útgiet fan 'e syngroane strukturele analyze fan 'e konstruksje yn paragraaf 2. De ferbining fan haadwurd en telwurd moat al beskôge wurde as in gearstald wurd, *of* is in funksjeleas ilemint en *in* kin dat ek wêze. De werynterpretaasje fan *twa* as in efterheaksel, it skrassen fan *of* en de analyze fan *in* as in stamútwreiding binne by sa'n struktuer minime feroaringen.

3.4 In deimannich

Der is, njonken *in dei twa, trije* en *in deitwa*, noch in tredde gefal fan in oarspronklike konstruksje *in N of Num* dêr't *of* weifallen is. It giet om ferbiningen fan it slach *in deimannich* (ek wol skreaun as *in dei mannich* of *in dei-mannich*).[8] Sokke ferbiningen binne lykwols justjes minder goed werom te kennen as neisieten fan 'e konstruksje *in N of Num*, om't der syngroan net mear in ferbining mei *of* njonken stiet. Men kin hjoeddedei net mear sokssawat sizze as **in dei of mannich*. Dochs ha ferbiningen lykas *in deimannich* in rûfeltsje eigenskippen dy't jin fuort de konstruksje *in N of Num* yn it sin bringe.

Yn it foarste plak ha sokke ferbiningen ornaris it *in*-ilemint foar har (*Wy ha *(in) deimannich fuort west*). Oard hat it haadwurd dat yn ferbiningen mei *mannich* ferskynt, sa't it liket deselde mooglikheden en beheiningen as syn wjergader yn 'e konstruksje *in N of Num*. Der is in foarkar foar haadwurden dy't ien of oare mjitte oantsjutte (ferlykje (54a)), mar oare haadwurden binne net by foarrie útsletten (ferlykje (54b)). It haadwurd kin net maklik modifisearre wurde troch in eigenskipswurd of in part fan in gearsetting (ferlykje (54c)). Haadwurden mei efteropsette modifisearders en kompleminten binne likemin mooglik; modifisearders en kompleminten komme yn 'e rjuchtermarzje fan 'e ferbining (ferlykje (54d). At it haadwurd in mjitteoantsjutting is, dan ferskynt it komplemint dêrfan trochstrings ek alhiel rjuchts yn 'e ferbining, behalven at mjitteoantsjutting + komplemint in semantyske ienheid foarmje (ferlykje (54e)):

(54) a. in deimannich
in oeremannich
in pûnmannich
in gûnemannich
in metermannich
in graadmannich
in kearmannich
in manmannich

b. in famkemannich
in boekmannich

c. *in tsjep famke mannich
?in sâlte hjerring mannich
?in yndianeboekmannich

d. *in famke mei blauwe eagen mannich
in famkemannich mei blauwe eagen
*in boek oer yndianen mannich
in boekmannich oer yndianen

e. *in kroade dong mannich
in kroademannich dong
*in hûndert kij mannich
in hûndertmannich kij

in stiklân mannich [R.Brolsma, forgift 7 (1923)]
en hûnderd-jier-manich [Id. 106 (1856)]
en thusend goune manich înkummen [Id. 142 (1860)]

Tred kin *mannich* foarkomme yn ferbining mei it ramplesant-haadwurd *stik* (ferlykje (55)). It b-foarbyld lit sjen dat *in stikmannich* ek bepast wurde kin yn 'e útdrukking *mei jins Num-en* (it *in*-ilemint wurdt yn dat gefal wer skrast):

(55) a. Der leine in stikmannich tsizen op it rim.
b. In 't is noch gjin trye wike lyn - ik ljeau, dat it Joustermarke wier - do matte se mei hjar stikmanigen fen kameraten er moal, moal troch gien wæze. [H.G.v.d.Veen, kaertlizzer 20 (1856)]

At de ferbiningen mei *mannich* yndie ûntstien binne út 'e konstruksje *in N of Num*, dan soe men ferwachtsje dat yn âlder Frysk foarbylden te finen binne dêr't *of* noch net weifallen is. Ik ha oant no ta ien fûn:

(56) Och, scipper, hie ik mar in stik of mannich fen dy scepsels yn de kajuet.
[E.Halbertsma, treemter 10 (1836)]

De Leechsaksyske en Leechdútske dialekten smite lykwols mear oanwizingen op. Ferlykje:

(57) *Grinslânsk* (Ter Laan (1929), s.v. *mennig* en *minneg*):

- *Veur n joar mennig* (W.K.) = *veur minnig joar.*
  n Moal òf mennig (Ww.) = *n Moal òf wat.*
- *n Stok òf minneg* = een stuk of wat. *t Gebeurde noa n dag òf minneg.*

(58) *Drintsk* (Haddering & Veenstra (1979), s.v. *mennig*):

- *'n stuk of mennig* (ti.) - een stuk of wat

(59) *Platdútsk* (Buurman (1969), s.v. *oder* en *mehrere*):

- *dat sall noch woll 'n Jahr of mennig* (mehrere) *düren.*
- *as wi dar 'n Dag of mennig verwielden.*

No't sjen litten is dat ferbiningen mei *mannich* histoarysk beflapt wurde kinne ûnder de konstruksje *in N of Num*, is it faaks net ferkeard om jin ris ôf te freegjen hoe't dat *mannich* krekt yn 'e konstruksje bedarre is.

Wy ha al sjoen dat yn 'e konstruksje *in N of Num* ek in ûnbeskaat telwurd lykas *wat* ferskine kin (ferlykje (9)). It leit yn 'e reden dat oare ûnbeskate telwurden, foarsafier't se kompatibel binne mei de 'rûsd tal'-betsjutting fan *in N of Num*, har yn prinsipe ek yn 'e konstruksje oppenearje kinne.[9]

It Frysk hat in ûnbeskaat telwurd *in mannich* 'in stik of wat' dat yn 'e earste opslach muoi fan pas liket; *in deimannich* is ommers fierhinne synonym mei *in mannich dagen*. Dat men soe no ornearje kinne dat it *mannich* dat him yn 'e konstruksje *in N of Num* oppenearret, it ûnbeskate telwurd *in mannich* is. Dan moatte wy fansels al noch oannimme dat *in mannich* syn *in*-ilemint ferliest yn 'e konstruksje. Mar dat is moolk net sa'n grut probleem, om't wy al sjoen ha dat *in* yn sokke telwurden as *in mannich*, *in pear*, ensfh. leech is en wol mear skrast wurdt (ferlykje (21)).

Dochs is der reden om oan te nimmen dat dat de oplossing net wêze kin. In ûnbeskaat telwurd *in mannich* komt nammentlik net foar yn it Grinslânsk, it Drintsk en it Platdútsk. Like fleurich ferskynt *mannich* dêr yn 'e konstruksje *in N of Num*.

It liket der dêrom op dat wy ús heil sykje moatte by it telwurd *mannich* 'folle mear as ien' (ferlykje *Hja dronken mannich glês*). Dat komt nammentlik wol algemien foar. It probleem is dat dat de betsjutting fan dat telwurd yn it earste oankommen net strykt mei de betsjutting fan *mannich* yn *In N (of) mannich*. Men soe lykwols úthâlde kinne dat *mannich* gewoanwei wol 'folle mear as ien' betsjut, mar dat it yn 'e kontekst fan 'e konstruksje *in N of Num*, ynterpretearre wurde moat 'in bytsje mear as ien, in stik of wat'. (Ferlykje dêrta ek sokke ferbiningen lykas *gâns in bytsje* en *hiel wat*, dêr't *in bytsje* en *wat* yn kombinaasje mei *gâns* en *hiel* sa't it liket ek it omkearde komme kinne te betsjutten fan wat se yn selsstannich gebrûk betsjutte.)

At dat ynoarder is, dan kinne wy faaks ek ris fan in oare kant tsjin it ûnbeskate telwurd *in mannich* oan sjen. Want al is *mannich* yn *in deimannich* net ûntstien út

in mannich, de semantyske oerienkomt tusken *in deimannich* en *in mannich dagen* bliuwt fansels opfallend, om net te sizzen, fertocht. Boppedat hoe komt it Frysk einliks oan dat frijwat aparte ûnbeskaat telwurd *in mannich*?

Ik soe der op út wolle dat it ûnbeskaat telwurd *in mannich* ûntstien is út 'e konstruksje *in N of mannich*. Sagau't út dy ferbining de bywurdlike determinearder *in* 'likernôch' abstrahearre wie (ferlykje paragraaf 3.1), ûntstie der in korrelaasje tusken *in N of Num* en *in Num N*. Op grûn fan dy formele korrelaasje koe men fan *in N of mannich* ta *in mannich N* komme:

(60) in boek of tsien <-----> in tsien boeken
in boek of mannich <-----> .....

It leit yn 'e reden dat *-mannich* ta in efterheaksel wurden is, foar guon sprekkers moolk in transparant efterheaksel lykas *-twa*, mei in foaropset augmint *in*:

(61)



Dat soe it gefal wêze by sokken foar wa't in ferbining lykas yn (62) der op troch kin:

(62) De deimannich dy't foarby giene

It efterheaksel soarget foar de meartalskongruinsje (at der gjin praat is fan in ienheidslêzing) en it haadwurd beskaat kategory en slachte.

Neffens Frysk Wurdboek (1984) ha ôfliedingen op *-mannich* lykwols *altyd* it-slachte en soe it dus mar allinnich wêze kinne:

(63) It deimannich dat foarby gie.

Yn dat gefal moat *-mannich* ynterpretearre wurde as in ientallich haadwurdlik efterheaksel dat murken is foar (it-)slachte:

(64)



De betsjutting fan *N-mannich* is dan safolle as 'in ienheid fan in mannich N'. It ilemint *in* yn *in deimannich* soe yn dat gefal ek net in augmint wêze, mar in gewoan ûnbeskaat lidwurd.

Ik kin persoanlik net sa goed kieze tusken beide analyzen; (62) en (63) binne foar my beide wol akseptabel. Faaks moat men sizze dat *-mannich* wifket tusken ien fan beide ynterpretaasjes.

At *-mannich* opfette wurde kin as in efterheaksel, dan soe men itselde ferwachtsje kinne fan it oare ûnbeskate telwurd dat men yn 'e konstruksje *in N of Num* fynt, te witten *wat*. Men komt yndie gefallen tsjin dat *of* weilitten is yn 'e ferbining mei *wat*. Ferlykje:

(65) a. en ūre huet [Id. 149 (1859)]
b. en moana hwet fjirdor [Id. 171 (1861)]
c. in moanne-hwet sont hjar trouwen [S.K.Feitsma, F.m.n. 86 (1907)]
d. yet in wyk-hwet [S.M.v.d.Galiën, Y.ú.e.t. 33 (1930)]

(66) En stik hwet feinten en fammen. [Simon Aukes, Sw. 37 (1861)]

It giet hjir lykwols mar om in stikmannich inkelde foarbylden. De earste trije dêrfan (65a,b,c) soene boppedat ek noch opfette wurde kinne as gefallen fan suver fonetyske reduksje (ferlykje (48)). De semantyske oerienkomst tusken it foaropsette *wat* en *wat* yn 'e konstruksje *in N of Num* hat de morfologisearring fan *wat* (en ek it ûntstean fan in ûnbeskaat telwurd *in wat*) nei alle gedachten opkeard. Betink dêrby dat it foaropsette *mannich* en *mannich* yn 'e konstruksje *in N of Num* inoar semantysk folslein ûntwoeksen wiene.

4 Oereiding

Yn it foarste part fan dit artikel haw ik in beskriuwing jûn fan 'e konstruksje *in N of Num*. Ik ha sjen litten dat dy konstruksje, of alteast it stik *N of Num*, frijwat wurdeftige skaaimerken hat. Fierders haw ik sjen litten, dat *in* ynterpretearre wurde kin (mar net hoecht) as in bywurdlike determinearder mei de betsjutting 'likernôch'. Ik ha besocht om dúdlik te meitsjen dat Jullens (1983) syn analyze fan 'e konstruksje gjin ferantwurding jaan kin fan 'e wichtichste eigenskippen fan 'e ferbining. En ik hoopje dat ik oannimlik makke ha dat myn eigen útstel datoangeande wat mear hat om by te setten.

Yn it oarde part fan it artikel haw ik sjen litten dat de konstruksje *in N of Num* faar stien hat oer de bywurdlike determinearder *in*, it ûnbeskaat telwurd *in mannich* en de efterheaksels *-twa* (*-oardeheal*, *-treddeheal*, *-trije*) en *-mannich*. Al dy diagroane ûntjouwingen kinne troch minime prosessen fan werynterpretaasje en weranalyze muoi ienfâldich ferklearre wurde út 'e syngroane struktuer wei dy't ik foar de konstruksje *in N of Num* útsteld ha. Ik soe dat beskôgje wolle as stipe foar myn analyze.

NOATEN

* Foar har kommentaar op in eardere kladde fan dit stik betankje ik Siebren Dyk en Willem Visser.

1. Ynpleats fan *of* wurdt yn 'e konstruksje, lykas yn it ginneraal yn it Frysk, ek gauris *as* brûkt.
2. Dat *hûndert* en *tûzen* haadwurdlike skaaimerken ha, docht ek bliken oan it feit dat se in meartalsfoarm ha kinne. Ferlykje *hûnderten soldaten* en *tûzenen deaden*.
3. Grimm (III, 114) wol der op út dat *ein* yn 'e ferbining in telwurd is en dat in útdrukking lykas *ein Tag oder drei* karút jout tusken alle mooglikheden fan ien oant en mei trije, dus 'ien, twa of trije dagen' betsjut. Dat, it bynwurd *oder* soe neffens Grimm noch syn wenstige disjunktive funksje ha. It liket my sa ta dat it W.N.T. in krekter karakterisearring fan 'e konstruksje jout, at it seit: ''Onze zegswijze is vooral daarom opmerkelijk, omdat *of* hier schijnbaar geen tegenstelling van twee getallen aanduidt, daar slechts één getal genoemd wordt; (...) de bedoeling van *een dag of acht* is volstrekt niet *óf één dag, óf acht dagen*, maar alleen *acht dagen ongeveer*''.
4. De bywurdlike determinearder *in* kin kombinearre wurde mei in oar bywurd fan itselde type. Dat twadde bywurd kin wer foar of nei de ferbining telwurd + haadwurd komme:

(i) a. in goed trije dagen
in krapoan tolve potleaden
in op syn heechst tritich dûkboaten

b. in trije dagen goed
in tolve potleaden krapoan
in tritich dûkboaten op syn heechst

Itselde is sa't it liket mooglik yn 'e konstruksje *in N of Num*, útsein dat it twadde bywurd dêr allinnich efterop stean kin. Ferlykje:

(ii) a. *in goede dei of trije
*in krapoan potlead of tolve
*in op syn heechst dûkboat of tritich

b. in dei of trije goed
in potlead of tolve krapoan
in dûkboat of tritich op syn heechst

De gefallen yn (iia) binne moolk ûnkant, om't de idiomatyske ferbining safier bestjurre is dat er net mear ûnderbrutsen wurde mei troch oar leksikaal materiaal.
Germen de Haan murk yn it neipetear by de lêzing op dat de struktuer yn (26) yn prinsipe it ynfoegjen fan eigenskipswurden talit. It ynfoegjen fan in eigenskipswurd tusken *in* 'likernôch' en de ferbining fan telwurd + haadwurd (of oarsom) is lykwols yn it ginneraal útsletten:

(iii) a. *sa'n reade achttjin roazen
b. *sa'n reade roas of achttjin

5. Germen de Haan wiisde yn it neipetear op in mooglik probleem foar myn ferklearring fan 'e ûnakseptabiliteit fan *de boek of tsien* yn termen fan parsearberens. At *(in) boek of tsien* analysearre wurdt as in gearset wurd, dan soe men deselde parsearswierrichheden ferwachtsje by gearsettingen lykas bygelyks *de lânbou*. It sil klearrichheid ha, dat dat net it gefal is.
It ferskil tusken de ferbining *in N of Num* en gewoane gearsette wurden sit him lykwols yn it feit dat *in N of Num* foar it uterlike noch op in wurdkloft liket. Ik nim oan dat de parsearder dêrtroch op 'e doele brocht wurde kin. Dat hoecht nammers net foar elkenien te jilden. Yn it neipetear die bliken dat der ek Fryskpraters binne dy't in ferbining lykas *de boek of tsien* net iens sa raar oankomt.

6. Mjitteoantsjuttende haadwurden drage, behalven [tal], ek noch it skaaimerk dat har mjitteoantsjuttendheid beskaat (ferl. Hoekstra (1989)), oer op 'e hiele ferbining.
7. Soks is bygelyks it gefal yn it Mecklenburgisch (Mecklenburgisches Wörterbuch V, s.v. *oder*), it Rheinisch (Rheinisches Wörterbuch VI, s.v. *oder* en *ob*) en it Beiersk (Merkle (1975, 163)).
8. Ynpleats fan *mannich* komt dialektysk ek *mennich* foar.
9. Sa skriuwt it W.N.T.: ''In gewestlike spraak is, nevens *wat*, ook *eenige* in gebruik. || Een dag of eenige''. Spitigernôch fertelt it wurdboek der net by om hokker 'gewest(en)' oft it giet. Nijsgjirrich is de neikommende Fryske oanhaal mei it hollannisme (?) *ienige* en in skrast *of*:

   (i) Neij ien deij ienige schrieuw dizze oon zijn heit, wer Jan wier, in het er meij him ferfalle wier. [W.Harings, forteltsjes 17 (1831)]

LITERATUER

Abney, S. (1987)
The English Noun Phrase in its Sentential Aspect. Ph. D. dissertation, MIT.

Behaghel, O. (1923)
Deutsche Syntax I. Heidelberg.

Buurman, O. (1962)
Hochdeutsch - plattdeutsches Wörterbuch. Neumünster.

Friesch Woordenboek (1900-I, 1903-II, 1911-III)
Bewerkt door Waling Dijkstra. Leeuwarden.

Frysk Wurdboek (Frysk-Nederlânsk) (1984)
Gearstald troch J.W. Zantema. Ljouwert.

Grimm, J. & W. (1854 --)
Deutsches Wörterbuch. Leipzig.

Haddering & Veenstra (1979)
Drents Woordenboek. Schiedam.

Hoekstra, J. (1988)
'*-fol, fol* en de syntaksis fan mjitteoantsjuttingen', yn: S. Dyk & G. de Haan, *Wurdfoarried en wurdgrammatika*. Ljouwert, 74-114.

Jullens, J. (1983)
'Over telwoorden en congruentie', *TABU* 13, 4; 107-119.

Laan, K. ter (1929)
Nieuw Groninger Woordenboek. Groningen.

Lieber, R. (1981)
'On Percolation', yn: G. Booij & J. van Marle (eds.), *Yearbook of Morphology 2*. Dordrecht, 95-138.

Mecklenburgisches Wörterbuch (1942--)
Hrsg. von R. Wossidlo & H. Teuchert. Neumünster.

Merkle, L. (1975)
Bairische Grammatik. München.

Rheinisches Wörterbuch (1928--)
Bearb. und hrsg. von J. Müller. Bonn.

Verkuyl, H.J. (1981)
'Numerals and Quantifiers in X'-syntax and their Semantic Interpretation', yn: J. Groenendijk, T. Janssen & M. Stokhof (eds.), *Formal Methods in the Study of Language*. Amsterdam.

W.F.T. = *Wurdboek fan de Fryske Taal* (1984--)
Ljouwert.

W.N.T. = *Woordenboek der Nederlandsche Taal* (1864--)
's Gravenhage en Leiden.

Who are Frisian nationalists?

Jan Penrose, (University of Edinburgh)

1 Introduction

In selecting the title for this paper, it occurred to me that by posing the question of "who are Frisian nationalists?", I would stimulate, immediately, interest in my subject. When I tried the title out on friends, however, the almost inevitable response was a polite smile followed by "who cares?". In thinking about this response, I have come to the conclusion that the lack of interest must have more to do with the focus on Frisians, than with the subject of nationalism in general, or with ethnic nationalists in particular.

The reasons for "caring" about nationalism are many and varied, but even when simplified they remain compelling. Perhaps the most basic reason for an interest in nationalism in general is the fundamental fact that our entire world is structured around nation-states that were born of, and are maintained by, some kind of nationalist spirit. Similarly, the most basic reason for interest in ethnic nationalism is the fact that minority movements all over the world continue to apply nationalist ideologies in their attempts to revise state structures in ways which will grant them greater self-determination and ensure the survival of distinctive cultures which constitute nations in the original sense.[1]

The pervasiveness of nationalism, and its role in structuring our world, is evidence enough of its importance and, hence, of the rightness of "caring" about it. If nationalism is worth "caring" about, then it follows that anything which contributes to our understanding of nationalism is also worthy of some attention. This brings us back to the Frisians and Frisian nationalism. As a small ethnic minority within the Netherlands, the Frisians have their own unique experiences of nationalism that can enhance our understanding of the phenomenon as a whole. Thus, even though not everyone can be expected to care about Frisian nationalism *per se*, there is every reason to care about the capacity for Frisian experience to enhance our understanding of the way in ethnic nationalism contributes to the structuring of our world.

Accordingly, this paper has two fundamental objectives. First, it will introduce Friesland as a small and generally unknown context in which ethnic nationalism operates. Second, this paper will use the Frisian example as a means of exploring, briefly, the relatively untouched territory of the kind of people who actually become identified with a nationalist cause. There can be little doubt that an understanding of those who promote ethnic activism can only improve our understanding of this form of nationalism.

2 Friesland and Frisian nationalism[2]

As with any distinctive region and its people, there is a seemingly infinite amount to tell about Friesland. However, for the purposes of this paper, a few basic facts should provide an adequate basis for discussion. Today, Friesland is one of the

twelve provinces which make up the Kingdom of the Netherlands. The province of Friesland comprises approximately 3,788 (or 10%), of the 37,291 square kilometres which make up the Netherlands as a whole, and a third of its land has been reclaimed from the sea. Although national policies of the 1950s and 1960s stimulated some industrial development in the eastern part of the Friesland, the province's economic structure continues to reflect an unusually high level of involvement in agriculture, and a growing trend toward tertiary employment, especially in tourism-related activities. In 1986, Friesland's total working population was approximately 170,000 people: some 90,000 people (or 53%), were employed in the service sector; 60,000 (or 35%), were employed in industry; and 20,000 (or 12%), were employed in agriculture.[3]

As the relative economic importance of agriculture suggests, Friesland is not a highly urbanized society. Rurality is evidenced by the fact that there are over 400 separate settlements in Friesland, and by the fact that nearly half of the province's population lives in villages of less than 5,000 people. Friesland has a population of nearly 600,000 people, compared with nearly fifteen million in the Netherlands, and about three-quarters of the inhabitants of Friesland can speak the Frisian language.[4] The current demographic situation is, however, threatened by the double-edged sword of migration trends. The combination of emigration by a Frisian elite to pursue higher education or to secure high-level employment, and the immigration of Dutch administrators and professionals, has the potential to reduce the proportion of the population which speaks Frisian. At the same time, it raises the possibility that polarization between a Dutch upper class and Frisian lower classes will increase.

As this brief introduction indicates, Friesland constitutes an identifiable territory, and its inhabitants are distinguished from other Dutch citizens by their use of a distinctive language. The contemporary situation is, however, a product of centuries of cultural transition. For over two thousand years, the Frisian people have contributed to the creation of a distinctive landscape within which their unique culture has evolved. Throughout this period, the Frisians have adapted to transitions in the coastal environment of the North Sea, and their continuous occupation of this territory has impressed it with the stamp of a specifically Frisian way of life. The process of cultural continuity through adaptation is evidenced by the retention of a distinctive language which has long granted the Frisians a means of recording and transmitting their own history, folklore and traditions. As this suggests, the characteristics that define the Frisians, and which distinguish them from others, have changed over time. However, this does not alter the fact that, since time immemorial, a group of people called the Frisians have consistently been identified - both by themselves and by others - as a nation. To understand Frisian nationalism, it is essential that the long history of independence be recognized, and that it be contrasted clearly with the relatively recent incorporation of Friesland into the political entity of the Netherlands.[5]

As is the case with most ethnic movements in Western Europe, Frisian nationalism is very much a by-product of the nationalism which gave rise to nation-states in the eighteenth and nineteenth centuries.[6] At its simplest, nationalism is the pursuit of the idea that political and cultural boundaries should coincide. States would be formed which comprised a single nation. In the Netherlands, it was only

when the momentum of Dutch nationalism led to efforts to impose political and cultural uniformity that Frisians began to fight for the preservation of their own distinctive territory and culture. Where Dutch nationalism has involved the creation of a nation within a relatively newly created state, Frisian nationalism has been just the opposite. For the Frisians, nationalism has been seen as a means of ensuring the survival of a long-standing nation via political means.

To preserve the Frisian nation, Frisian nationalism has passed through three cumulative phases.[7] It has evolved from a limited linguistic nationalism, into a broader cultural nationalism and, most recently, into an overtly political nationalism. Unlike the first two phases, political nationalism contends that the preservation of language and tradition are no longer sufficient guarantee that the Frisian culture -- as a complete, living, entity -- will be preserved. Accordingly, the basic claims of a right to linguistic and cultural freedom have been joined by demands for increased social, economic, and political autonomy.

The ideas which underlie Frisian political nationalism were first seriously advanced during the 1920s and 1930s, but they only became an official part of Frisian politics when the Frisian National Party (FNP) was founded in 1961. Today, the FNP constitutes the main proponent of Frisian political nationalism and, hence, its objectives give the best indication of the direction of contemporary Frisian nationalism.[8] At a very fundamental level, the FNP's objectives are twofold. First, the party seeks to ensure the preservation of the Frisian language, landscape, and culture through political activism and representation. Second, to ensure this survival of the Frisian nation, the FNP feels that Frisians should have more control over their own affairs.

As this suggests, Frisian nationalism is distinguished from that of some other ethnic minorities by its perception of autonomy as a means to achieving cultural preservation, and *not* as a goal in its own right. Frisian nationalism, as manifested in the political program of the FNP, does not seek Friesland's independence from the Netherlands. It does, however, demand that Frisian uniqueness be recognized by the national government, and it contends that this uniqueness can only be maintained if Frisians are given increased control over their own affairs. In effect, the nationalism of the FNP is based on countering the prevailing tendency -- encouraged by the Dutch state -- to separate culture and politics. The party has done this by making culture an overtly political issue.

3 Methodology

Given that the Frisian National Party is the major proponent of Frisian Nationalism, it follows that the party's members constitute quintessential Frisian nationalists.[9] Accordingly, this paper's attempt to determine who Frisian nationalists are focuses on an examination of fundamental characteristics of FNP members, and on the identification of some of the ways in which they are distinguished from the rest of the Frisian community. The four main areas of discussion are: 1) socio-economic characteristics; 2) cultural characteristics; 3) political characteristic; and 4) perceptions of ethnic identity.

The material which informs the following discussion has been derived from the

results of three surveys. The two main surveys were mail questionnaires which I conducted in the summer of 1986. The first of these involved members of the FNP and generated 511 responses; the second involved members of the Frisian society at large (henceforth referred to as NON), and generated 232 responses. The third survey (henceforth referred to as "Taal Yn Fryslan": TYF), was conducted by researchers at the Fryske Akademy in 1980 and involved personal interviews of 1126 people. Given that the TYF survey did not pose some of the questions that were asked in the other two surveys, it is not consistently represented in the following discussion and should be viewed as a loose comparative group for the NON results.

4 Socio-economic characteristics of Frisian nationalists

Perhaps the most logical starting point in the attempt to identify Frisian nationalists is an examination of their socio-economic characteristics. By determining whether or not members of the FNP constitute a definable group within the social and economic hierarchies of Friesland, it is possible to gain some measure of the breadth or exclusivity of the nationalist body. At the same time, such an examination has the capacity to shed light on the ability of a commitment to nationalism to override traditional alliances between personal characteristics such as economic status or religion and a particular political philosophy.

4.1 Age, sex, and marital status

The first test of the exclusivity of nationalism is an examination of the fundamental social characteristics of age, sex, and marital status. If the age distribution of FNP members is examined (Graph 1), it is immediately clear that nationalists cannot be identified on this basis; the FNP is not the exclusive domain of the young, the middle-aged, or the elderly. When compared with the NON and TYF groups, the FNP appears to be slightly under-represented in the youngest age category (18-29 years), but this may be related to a tendency to postpone political involvement until one enters the relative stability of the thirties. Ultimately, the FNP -- and, by extrapolation, the nationalist cause -- is supported by all age groups.

In terms of sex, membership in the FNP indicates that men are nearly three times more likely than women to join a nationalist political party (Graph 2).[10] To some extent, the sex distribution of FNP membership is probably a reflection of the tendency for women to keep their political activities informal. At the same time, however, these results suggest that the push to resolve inequalities based on culture may ignore (and, hence, inadvertently perpetuate) inequalities based on sex. Formally, at least, self-proclaimed nationalists are usually men.

With regard to marital status, the FNP data contradicts any romantic notions that see nationalists as loners who have dedicated themselves -- heart, mind, body and soul -- to the nationalist cause. In fact, the vast majority of FNP members are married (Graph 3).[11] When compared with the samples from the Frisian population at large, it even appears that the FNP is slightly over-represented in the mar-

Graph 1 Age of Respondent



1 = 18 – 29 years *3 = 40 – 49 years* *5 = 65 years +*
2 = 30 – 39 years *4 = 50 – 64 years* *9 = No Response*

NOTE - In this graph the 0 category refers to people younger than 18 years of age and is only of relevance to the TYF sample.

Graph 2 Sex of Respondent



1 = Male *2 = Female* *9 = No Response*

Graph 3 Marital Status of Respondent



ried and living-together categories, and slightly under-represented in the divorced or widowed and single categories. While these minor variations are worth noting, they do not represent significant distinctions between FNP members and the population of Friesland as a whole. Marital status does not appear to constitute an especially valuable component of nationalist predisposition.

4.2 Religious affiliation

16. In the case of occupation, comparisons between FNP members and the representatives of Frisian society at large are undermined by the higher proportion of women in the latter two surveys and by the high number of people under eighteen years of age in the TYF study. However, even if the distribution of male responses is examined in isolation the general pattern already discussed is confirmed. The results indicate that male FNP members are less inclined than most Frisian men to work as labourers, and more inclined to be self-employed (a group which includes farmers), or to work in middle- and high-level occupations. Again, these results suggest that among FNP members, a commitment to Frisianness is not paralleled by low status.
17. A difference of means test indicates that differences between the average number of Frisian organizations that FNP members and NON respondents belong to are statistically significant. This test also demonstrates that the average number of Frisian organizations that FNP members belong to is larger than the average number of Frisian organizations that NON respondents belong to. The level of significance used in the difference of means test was .01.
18. A difference of means test indicates that differences between the average number of Frisian publications that FNP members and NON respondents subscribe to are statistically significant. This test also demonstrates that the average number of Frisian publications that FNP members subscribe to is larger than the average number of Frisian publications that NON respondents subscribe to. The level of significance used in the difference of means test was .01.
19. In this table, the relatively high level of non-response is difficult to explain. The pattern of non-response varies per question and it is not affected by the ordering of the questions in the original survey. Furthermore, the wording of the questions is very straightforward, something which re-

duces the possibility that non-response is related to incomprehensibility. The most likely explanation for non-response may be that it is an expression of uncertainty or the absence of opinion.

20. The following discussion of the relationship between various political parties and Frisianness draws heavily on Chapter Thirteen of Gorter et al. (1984). An English summary of this chapter is provided on pages 431 and 432 of the study.

REFERENCES

Gorter, D., Jelsma, G.H., van der Plank, P.H. and de Kos, K. (1984)
Taal yn Fryslân, Ljouwert/ Leeuwarden: Fryske Akademy.

Penrose, J. (1989)
The role of ethnic political activism in the preservation of Frisian ethnicity in The Netherlands, unpublished Ph.D. thesis, Department of Geography, University of Toronto.

Penrose, J. (1990)
'Frisian nationalism: a response to cultural and political hegemony', *Environment and planning D: Society and Space*, vol. 8, pp. 429-431.

Penrose, J. and J. May (1991)
'Herder's concept of nation and its relevance to contemporary ethnic activism', in: *Canadian Review of Studies in Nationalism*, XVIII, 1-3, pp. 165-178.

Werkgelegenheidsenquete Friesland (1986)
Provincie Friesland, Ljouwert/Leeuwarden.

Swit of Swietrook

P.G. van Tuinen (Christelijk Gymnasium, Utert)

Oer produksje en funksje fan neolatynske poëzy út Fryslân (1585-1685)

> *''Ek it Fryske tinken hat fen de ''Latiniteit'' krige bylden en foarmen fen 'e âldheit. Hopen Friezen hawwe alear hjar yn it gebrûk fen it Latyn frijer field as yn hjar memmesprake. Binammen it skriuwen fen Latynske fersen gyng hjarren snedich fen 'e hân. It Latyn wier hja allyk in kinstige parketflier, dêr't hja steviger op stiene as op eigen sodzige greide.''*[1]

1 Ynlieding

Wumkes en Breuker benammen hawwe omtinken frege foar it neolatyn yn Fryslân. Hja wiisden op it ferlet fan ûndersyk nei plak en funksje fan dy oanlearde taal yn it Fryske fermidden, benammen fan de 17de ieu.

Wumkes luts de grinzen fan de Fryske skriftekennisse wat liniger as oaren lykas Douwe Kalma. Net de taal allinne wie syn kritearium foar it Frysk-eigene, mar ek de swietrook fan Fryske ierde, Fryske leafde en geast. Dy sprekt ek yn de taal fan Fryske neolatinisten as Funger en de Neuhusii. In oar motyf foar de stúdzje fan it neolatyn is de kultuerhistoaryske betsjutting as ferklearjend of taljochtsjend materiaal.[2]

It moderne ûndersyk op dit mêd ken trije rjochtingen: ynventarisaasje, boarneútjeften, edysjes; sjenrestúdzjes; bestudearring fan de ynteraksje neolatynlânstaal.[3] Dat smyt gâns materiaal op foar de rekonstruksje fan it yntellektuele fermidden en de rûnten fan gelearden en lieders.

Foar Fryslân is it wurk fan moderne barokspesjalisten as Forster en Wehrli ek fruchtber. Har teze fan de ''diglossy'' giet út fan ien literatuer yn twa (of mear) talen, as rollen fan de sprekker, dy't bepaald wurde troch ferskil yn status, funksje, adressaat, smaak of moade. *''Yn 't Frânsk frijt it oars as yn it Frysk''* neffens Josse de Haan yn syn artikel *''Meartaligens: rykdom of handikap''*.[4]

Hoe funksjonearre it literêr rollepatroan yn it Fryske fermidden en hokker plak hie it neolatyn dêryn? Wie dat yndie *''Herrschaftsorientiert''* en *''die Sprache der Repression''*?[5] Om op dy sintrale ûndersyksfraach in antwurd te jaan, moat foarearst it Fryske 17de en 18de ieuske neolatyn ynventarisearre, lêzen en hifke wurde. Dan sil ûndersyk nei produksje en funksje folgje moatte: troch wa, foar wa en wêrom waard dat skreaun. Dat past yn it ramt fan ûndersyksprojekten lykas dat fan de Fryske Akademy oer de Fryske yntellektuelen.

Dit artikel jout inkelde prolegomena, beheind ta de neolatynske poëzy fan 1585-1685. Eat oer de produksje (wat, troch wa), eat oer de funksje (foar wa) en ta beslút in pear konklúzjes en suggestjes foar fierder ûndersyk.

2 Produksje

''Wat is de wrâld dochs grôtfol dichtersbazen. Elk skriuwt in fers, geleard of net geleard.''
Mei dy rigels út in neolatynsk drompelfers fan 1660 bewiist Theodorus Raerdt, dûmny yn Stiens, syn eigen gelyk.[6]

2.1

Dat falt fuort op, dy ûnbidige produksje fan poemata, meast gelegenheidswurk, fan dichters *''dy sjonge oan ien tried wei''*.[7] *''Dy't gjin fers meitsje koe wie in stimper, in wjirm''*.[8] Wat oer is, is ek mar in lyts part fan alle neolatyn dat skoaljonge en studint, skoalmaster en professor, dûmny en jurist, elk dy't leard hie, skreaun ha. *''Er zijn zoveel dichters als er leerlingen op een goede latijnse school waren,''* neffens Guépin.[9] Hy rûst it tal neolatynske dichters yn de Nederlannen op 365 en ûnderstelt in ''upper-ten'', in toplaach fan alle jierren 10 learlingen yn 'e hiele Republyk, dy't fan skoalle kaam *''zonder dat hun belangstelling voor poëzie doodgedrild was''*. Der is in ryk ferskaat oan sjenres: epitalamyske en funerêre fersen, lofdichten, moreel-didaktysk wurk, leafdes-poëzy en berimingen fan bibelboeken. It measte is gelegenheidswurk (Kasual-poesie; occasional, commemorative poetry), dêr't ynhâld, metryk en styl fan bepaald wurde troch oanlieding en persoan of status fan opdrachtjouwer of adressaat. Retoarika, boartsjen mei taal neffens de regels fan 'e keunst, is de kaai foar in goed ferstean en suver hifkjen fan dizze fersen. De takomstige dichter moast de retoaryske foarskriften oanleare op 'e latynske skoalle. Klassike eksimpels joegen fynplakken, skema's en struktuer, mar ek it materiaal sels. Fersrigels, wurdkombinaasjes en metryske hapkes waarden út 'e holle leard, imitearre en fariearre. Terentius, Ovidius, Vergilius en Horatius *''soo de bequaamheid der Discipulen het toelaat''*[10] wiene de boarnen foar de jonge latinisten. Mar *''wat in muoite, swit en neilbiten, oars net as om in pear luzige carmina te produsearjen,''* klage Bosscha, ien fan Schrader syn learlingen.[11]

2.2

Wat smyt de 17de ieu op oan Fryske neolatynske poëzy? Ik nim de earste hûndert jier fan de Frjentsjerter Akademy, it tiidrek tusken de earste printingen fan twa wichtige bondels gelegenheidsfersen: Funger syn *Sylva Carminum* (Antwerpen, 1585) en Baders syn *Poemata* (Ljouwert, 1684).

As oergongsjierren kies ik 1612, 1638 en 1662, doe't resp. Funger, Edo Neuhusius en Gutberleth, dy't typearjend foar har generaasje wiene, ferstoaren.

Tsien mânske bondels, alve wichtige auteurs en mear as hûndert ferskillende nammen fan dichters: guon ''fan ien fers'', mar mear as 50 fan fiif of mear.[12] Behalven de bondels sa'n foech 500 registrearre losse fersen, mar ek noch in protte net-registrearre materiaal (bg. drompelfersen). It komt del op in grutte konstante produksje mei in klimaks (40% fan it totaal oan registrearre fersen) yn de tredde

fearnsieu (1638-1662).

De auteurs binne learling (Aitzema), studint (Rein Neuhusius, Baders) en rektor (Funger, Edo Neuhusius, Adamaeus yn Snits, Gutberleth), professor (Winsemius, Schotanus), riedshear yn it Hof (Bouricius), jurist-bestjoerder (Henricus Neuhusius) of dûmny. De skoalle fan Ljouwert komme de measte dichters wei en dat hinget fansels gear mei de ynfloed fan in dichtsjende rektor. In echte akademyske en neolatynske poëzy-kultuer kin men nei Winsemius net mear fan prate, dat duorre oan't Schrader yn 'e 18de ieu.

Wat de kwaliteit fan dat wurk oanbelanget: it measte is imitaasje, ''his masters voice''. In ''knap'' dichter liket wat frijer fan syn modellen, yn in betûft lykwicht fan foarm en ynhâld. As it him ek noch slagget en fyn in persoanlik lûd, dan stekt er út boppe de midsmjitte. Fan de Fryske ''upper-ten'' út dy snuorje kin it kwartet Joh. Funger, Edo Neuhusius, Pier Winsemius en Tobias Gutberleth sûnder mis meunsterje tsjin har tiidgenoaten bûten Frisia. Neiere analyze sil útwize moatte yn hoefier Fryslân mei dy nammen en sifers yn fergeliking mei oare provinsjes der út rint en oft Bots syn fraach oft de ûntjouwing op yntellektueel mêd yn Gelre wol achter dy yn Hollân en Seelân oankomt ek foar Fryslân jildt.[13]

3 Funksje

> *''Men zag in Hem de herboore tijen van Regulus en 's Roomschen Cincinnaat...''*[14]

3.1

Yn hokker fermidden funksjonearre dy neolatynske poëzy? As men de adressaten neigiet docht bliken dat neist de akademyske wrâld (studinten ûnderinoar, lofdichten op professoaren en festiviteiten) benammen de bestjoers-laach (riedshearen yn it Hof, magistraten yn 'e stêden, de hegere amtners yn tsjinst fan Hof en Steaten, de Steaten sels) en de steedhâlder (of syn famylje) tasongen wurde. De trou- en roufersen blykt dat dúdlik út.

Under de adressaten springt de adel der kwantitatyf net út. Neist nammen lykas Harinxma, Burmania, Aylva of Ockinga, dus it adellik part fan de troch Faber oantsjutte reginte-aristokrasy, is it tal net-adellike riedshearen en magistraten folle grutter, bgl. in Saeckma, Jongestal, Vierssen, Bouricius of Doma. Dy bestjoerders út it stedspatrisiaat wiene patroan foar it fermidden fan de gelearde stân (rektor, dûmny, dokter, legere amtners), dy't mei in eigen ''gelehrte Poësie'' har tasongen. Neolatynske fersen (en brieven) hâlde status en stânsferskil yn stân.[15]

It relaasje-patroan fan dichter en ûntfanger, produsint en konsumint, fynpriuwers ûnderinoar, fertsjinnet neiere stúdzje. Oare faktoaren lykas klaaiïng, salariearring, trou-polityk, de préseance, bgl. de folchoarder by it ynheljen of te hôf bringen fan de steedhâlder, de opdrachten yn 'e bondels en de titulatuer moatte dêr ek yn behelle wurde.[16]

3.2

Boppe-oan stiet de Prins, dan komme Steaten en deputearren en riedshearen, de praetoaren fan de gritenijen en de consuls fan de stêden en de riedshearen as senatoaren yn har Curia. Mei in klassyk jaske joech it neolatyn it prestiizje fan 'e tradysje. Kaaiwurden binne: 'antiquitas', 'virtus', 'pietas' en 'urbanitas'. Stambeam en genealogy wurde wiidweidich brûkt as poëtysk middel om ''ten voeten uit'' te skilderjen. Virtus is it kompleks fan morele en politike kwaliteiten dat foar de bestjoerders needsaaklik achte waard. Wiere nobilitas moat bliken dwaan: virtus nobilitat. Eksimpels en noarm koene fûn wurde yn Bibel en klassiken. Edo Neuhusius syn *De Nobilitate Christiana* is in echte deugdelear, represintatyf foar de kalvinistyske mentaliteit fan syn tiid.[17]

It devys ''Antiqua Virtute et Fide'': (Alde Deugd en Trou), meidroegen by de *Inhaalinge* yn 1684 fan Hendrik Casimir II en syn breid yn Ljouwert, wurdt benammen foar de adel brûkt.[18]

Mannen as Joh. Bouricius, *''in man fan singeliere frommens en erudysje''*[19], en Th. Saeckma binne typearjend foar it ''cierlik'', deftige[20] en gelearde fermidden dêr't de neolatynske poëzy yn funksjonearre. De ideology dy't de partisipanten yn dy gelearde kultuer oaninoar ferbûn en har status en ynfloed legitimearre, priuwt men it suverst yn 'e roufersen, benammen op riedshearen, lykas de grêfredes yn Athene essinsjeel wiene foar de polis-ideology. Neffens in teory fan O. Reboul[21] wurdt troch in eigen ''discours'' yn in mienskiplik referinsje-ramt in eigen ideologyske, net-histoaryske wrâld kreëarre mei eigen topoi, útsoarte konservatyf, lykas (Fryske) Frijheid en it kontinuearjen fan de âldheid. Yn sokke taal en bylden ha de 17de ieuske Fryske neolatinisten har eigen Frisia útfûn en projektearre op har eigen tiid.

3.3

De Nassaus har trouwen, ferstjerren, berten, ynhellingen en oerwinningen waard troch de latinisten ek hoflik en loflik fan songen. Ut de hichtepunten op dat mêd[22] docht bliken dat yn 't earstoan Edo Neuhusius en Pier Winsemius as hofpoëet optrede yn 'e offisjele tradysje fan publike oraasjes, sûnder lykwols in fêste oanstelling, lykas Barlaeus dy hie oan it hof fan Frederik Hendrik. Doel wie te demonstrearjen dat de Fryske Nassaus meunsterje kinne tsjin de Oranjes. Mei epyske heksameters wurdt de Heros opnommen yn 'e rige klassike helden. Gjin rex, gjin dynastike motiven, mar mear in super-riedshear yn in republikeinske tradysje.

Poëtysk en ideologysk klinkt al in oare toan yn 1641 by de dea fan Hendrik Casimir I[23], mar de feroaring is dúdik by it ynheljen fan Willem Freark en Albertine Agnes yn 1652. De Prins is dan *''Princeps Serenissimus et Celsissimus''*. It fredesjier 1648 liket it begjin te wêzen fan in nije triomfalistysker toansetting en bylddtaal, benammen by Henricus Neuhusius, de nije hofdichter sûnder titel. Pastorale motiven út de Romeinske hofkultuer fan Augustus komme no mear en mear yn it plak fan republikeinske. Ek typysk kalvinistyske begripen komme minder foar. It society-houlik Pieter van Harinxma - Susanna van Burmania yn 1648 ynspirearre

û.o. Gutberleth ta in prachtich fers, ''aulysk'' fan toan. Har bern waarden yn 1654 yn in arkadyske setting skildere troch Wybrand de Geest.[24]

Yn 1657 lit Rein Neuhusius de *Infantia Imperii Romani* fan syn heit printsje, in skiednis fan de keningen fan Rome, tegearre mei Edo syn *Manes Nassovii*, de roufersen op de beide earste Fryske Nassaus. De tiid wie der doe ryp foar, de Prins en (foaral?) Albertine Agnes wiene gefoelich foar dynastike alluere. Noch moaier as dy ferbûn wurde koe mei it Fryske ferline. It is benammen de net-Fries Gutberleth dy't, stipe toch syn learling Gabbema, klassike âldheid en Frysk ferline ferbynt yn syn wurk, mei de figuer fan Radbod as trait d'union. Hy brûkt him yn neifolging fan Catullus syn Romulus, mar sûnder irony. ''Rabodide'', klinkt it yn it gelearde fermidden fan de jierren 50 en 60 om Gabbema hinne, ''pakesizzer fan Radbod, wês wach, hoedzje de tradysje''.[25] Dat sil - ymplisyt - grif ek foar de Prins ornearre wêze.

3.4

It politike en artistike libben út de jierren 1650-1660 om de steedhâlder Willem Frederik hinne, sa't Breuker dat as ''hofkultuer'' beskriuwt[26], droegen ek de neolatinisten bewust oan by. Benammen it gelegenheidswurk fan Henricus Neuhusius en Gutberleth syn gelearde fersen út dy tiid (foarsafier te datearjen) illustrearje de troch Breuker neamde tema's: de gouden tiid, dy't no werom komt, de iendracht, langstme nei frede, ôfkarren fan rûzje, rabjen en kûpjen (anti-adel), it Fryske ferline (Phrygië, Friso, Radbod, Grutte Pier, dy't de Bataven ''Fryske bûter, brea en tsiis op syn Frysk ferbûgje liet'') en it Frysk-eigene (Warkumer nimfen sjonge yn Frysk kostúm foar de steedhâlder).[27] ''Antyk'' krijt in nije konnotaasje yn 'e feroare politike situaasje.

Neuhusius en Gutberleth binne skeakels yn in ploechje gelearde dichters yn it Latyn om Gabbema hinne. Ek Joh. Bouricius, Pibo Doma en dûmny Feico Oedzonius hearden dêrby, sa't bliken docht út drompel- en loffersen dy't foar mekoar makke waarden, en út de opdrachten fan har wurk. Rein Neuhusius yn Alkmaar en Nic. Heinsius diene as bûten-leden mei.

Hichtepunt yn dy gelearde poëzy is de syklus *Lusus Saturnalitius seu Manes Turturis* (saturnyske = gouden-ieuske boarterij of it ferstjerren fan in do), foaryn Gutberleth syn bondel en opdroegen oan Hero Ockinga, riedshear en kurator fan de Frjentsjerter Akademy en heit fan Jarich, learling fan Gutberleth en letter ek riedshear en kurator. Dat stik út 1660, dat ek oan Gabbema tastjoerd waard en mûlk troch him oan Gysbert Japix[28], bestiet út twa parten. It earste ferhellet fan de stambeam (fia Grutte Pier) en de dea (as Catullus-neifolging) fan in doke, kompleet mei epitaaf en dedikaasje oan 'e Steaten. It twadde part beskriuwt de berte fan in nije do, dy't in gouden tiid bringe sil (lykas yn Vergilius syn Ecloga 4). Alle neamde tema's binne hjir yn in gek-oanstekkerich ferbân kombinearre.[29]

Sa docht bliken dat yn it gelearde fermidden fan skoalle en Hof (Curia) nei 1648 ek it hof (Aula) in nije toan set. Neist motiven út de (manne)wrâld fan de Romeinske republyk, Stoyske deugden en plichten foar it (kalvinistyske) libben yn 'e stêd komme no arkadyske motiven út de Hellenistysk-Grykske (frouljus)wrâld

mei harders yn barsang, in Muzehôf, in blommetún, tútsjeboartsjen op it lân en de gouden ieu mei âlde ienfâld ûnder it bewâld fan Nassau.

4 Beslút

Ut it boppesteande docht wol bliken dat der noch in soad wurk dien wurde moat, ear't it neolatyn syn plak krije kin yn de skiednis fan de Fryske skriftekennisse. Dat it lykwols sa'n plak fertsjinnet kin min ûntstriden wurde, as men in byld krije wol fan it funksjonearjen fan de ûnderskate taal-rollen yn de Fryske fermiddens. Nei ynventarisearring en seleksje fan it materiaal is earst neier ûndersyk nedich op ûndersteande trije punten.

1. Karakter, kwaliteit en funksje fan it wurk. Fergeliking mei oare provinsjes moat útwize oft Fryslân ôfwykt, oft yn Fryslân mear en langer Latyn brûkt waard, hokker maatskiplike en akademyske ûntjouwingen funksjeferlies ferklearje, hokker sjenres en modellen populêr wiene, oft bgl. dûmnys in oar Latyn brûke as rektoaren of amtners.
   Yn hoefier bepaalt it Fryske referinsje-ramt in eigen ''aksint'', mei in eigen hof, in eigen Akademy, in tichte sprieding fan 13 Latynske skoallen, dêr't eigen dûmnys faken earst in skoftke les jûn hiene, mei in protte rûnten fol kreative wediver op literêr mêd en mei kontakten bûten de provinsje en in lange yntellektuele tradysje en reputaasje.

2. Auteurs en adressaten, as produsinten en konsuminten.
   Hoe grut wiene de oplagen, wa wiene de lêzers (boekelisten), hoe wie de resepsje. In neiere analyze is nedich fan it begryp ''gelearde-kultuer'' yn de Fryske kontekst. Wat wie de hiërargy krekt, hokker relaasje bestiet der mei de ''hofkultuer'', mei it bestjoer, mei de Akademy. Kloppet de hypoteze dat de neolatynske poëzy yn 'e 17de ieu funksjonearre yn it fermidden fan in Fryske ''gelearde-kultuer'', dy't, troch de bestjoerders yn 'e stedskultuer ynkorporearre, de opkomst fan in nije generaasje benammen net-adellike kalvinistyske reginten begeliedt?

3. Relaasje ûnderwiis-elite. Prosopografysk ûndersyk is nedich, yn oansluting oan it yntellektuele-projekt fan de Fryske Akademy, nei oantallen learlingen en abituriïnten fan de ûnderskate latynske skoallen en har lettere sosjale mobiliteit. Frijhoff brûkt de oantallen akademisi mei in graad, mar hoefolle latinisten gongen nèt nei de Akademy, of al nei in pear jier fan skoalle. Wat is de relaasje rektor-skoalle-Akademy (Artes-fakulteit) en rektor-dichters (skriuwers). Hoe ûntstiene freone-rûnten fan latinisten en hokker ynfloed hiene dy. Brief-ferkear en opdrachten yn útjeften binne neist de fersen as wichtige boarne te bestudearjen.

Swit of swietrook? Resepsje hinget by eintsjebeslút mei ús smaak gear. Parket of greide? Fan beide hat de Fryske kultuer ferlet. Motyf foar fierdere stúdzje fan it neolatyn bliuwt ek nei sechstich jier:

''Alhowol it net maklik is yen to jaen ta dizze poëmata, dy't faek sa neimakke oanfiele en mei antike leardens oerladen binne, fortsjinje hja ús oandacht for 'e kennis fen 'e geastlike streamen yn 'e 17de ieu. (-) Tsjin de eftergroun fen sokke dichtbondels kriget de Gysbert-stalte syn folle hichte''.[30]

Boarnen (yn kronologyske folchoarder)

Fungerus, Joannes, *Sylva Carminum* (1585)
Antverpiae en Lugduni Batavorum, ex officina Chr. Plantini.
Adamaeus, Jacobus, *Epigrammatum liber* (1595)
Franekerae, apud Aeg. Radaeum.
Fungerus, Joannes, *Sylva Carminum*, ed. alt. (1607)
Franekerae, apud Aeg. Radaeum.
Fungerus, Joannes, *Carmina Moralia* (1611)
Franekerae, ex officina Aeg. Radaei.
Aetsema, Leo Doccumanus, *Poemata Iuvenilia* (1617)
Franekerae, Excudebat Fredericus Heynsius.
Winsemius, Pierius, *Amores* (1631)
Franekerae, ex officina Ulderici Balck.
Neuhusius, Reinerus, *Poëmatum Juvenilium Libri II* (1634)
Franekerae, ex officina Ulderici Balck.
Neuhusius, Reinerus,*Poëmata Juvenilia Libri III* (1644)
Amstelodami, Apud Joannem Janssonium.
Neuhusius, Edo, *Libellus Posthumus Poematum et Epistolarum*, yn Neuhusius, Reinerus, *Epistolarum Familiarum Centuriae III* (1651)
Amstelodami, Apud Joannem Janssonium.
Bouricius, Joannes, *Paraphrasis Poetica sive Ecclesiastes Salomonis* (1656)
Leovardiae, Typis Fr. Hardomans.
Neuhusius, Henricus, *Extemporanea Poëmata* (1656)
Leovardiae, Excudebat Gysbertus Sibrandus.
Bouricius, Joannes, *Paraphrasis Poetica, cui accessit Canticum Canticorum* (1657)
Leovardiae, Typis Fr. Hardomans.
Schotanus à Sterringa, Johannes, *Manes Nassavii sive carmen funebre in obitum D. Gulielmi Frederici + Mauritius anaduomenos...* (1665)
Franekerae, excudit Joh. Wellens.
Gutberlethus, Tobias, *Poëmata Pleraque posthuma* (1667)
Leovardiae, Apud Lambertum Dronrijp.
Baders, Ernestus, *Juvenilium Poëmatum Libellus* (1673)
Leovardiae, Ex Officina Lamberti Coumans.
Baders, Ernestus, *Camaenae juveniles*, ed. alt. (1678)
Leovardiae, E. Nauta.
Baders, Ernestus, *Poemata* (1684)
Leovardiae, apud Wilh. Rysbeeck.
Frisia Nobilis of Lyk-en Graf-sampt Mengeldigten, enz. op diverse Friesche Edelen... (1755)
Te Leeuwarden, By Wigerus Wigeri.

NOATEN

1. Wumkes, 261.
2. J. Piebenga, *Koarte Skiednis fen de Fryske Skriftekennisse,* Dokkum, 1939, s.4.
3. Sj. resp. de yn de *Literatuer* neamde stúdzjes fan Ysewijn; Grant; Dyk, Hellinga, Schenkeveld-van der Dussen en Witstein. E.K. Grootes, Zeventiende eeuws drama: Bredero's Spaanschen Brabander yn *Historische letterkunde, Facetten van vakbeoefening*, Groningen, 1984, s.60, jout in analyze-model neffens de yndieling produksje-immaninsje-resepsje.
4. *Trotwaer*, 18de jg., 1986, nr. 4/5, 171.
5. Wehrli, 136; Forster, 53 en 54 en Hellinga, 85. Ferskil yn adressaat, ferskil yn taal. Dûmny skriuwt in neolatynsk lokwinskfers op 'e promoasje fan in stúdzjefreon, mar by dy syn ferstjerren krijt de widdo in treastfers yn 'e folkstaal. Beide kearen brûkt er deselde literêre middels. Der binne al graduele ferskillen. De latynske carmina binne mear ôfhinklik fan model en retoaryske regels, minder boartlik, massiver troch mytologyske, gelearde oanklaaiïng, steane minder iepen foar aktuele situaasjes. Neolatynske epitalamia klinke minder kristlik en minder eroatysk as de Fryske, dy't Dyk analisearre.
6. Yn *De Christelijke en Stichtelijke Meditatiën van Paulus Mensonis, leeraar in Lekkum en Miedum*, Leeuw., 1660.
7. Fedde Schurer, Lyts recital, foar D.J. Kamminga by syn 70ste jierdei, yn *Samle Fersen*, 2de pr. s.j., s. 377.
8. Wumkes, s. 261.
9. Guépin, 138 en 139. Ek him, lykas safolle oare spesjalisten, is it Fryske neolatyn út de 17de ieu ûntkommen.
10. *Dokkumer skoalwetten*, 1662.
11. Hermanni Bosscha *Poëmata*, Daventriae, 1820, XVI.
12. It is hjir net it plak om wiidweidich op myn ynventarisaasje yn te gean. Dy hoopje ik in oare kear apart te publisearjen. Myn alve topauteurs binne (sj. ek de boarnen):
    Jacobus Adamaeus ± 1555 (?) Brabân - ± 1600 (?) Snits; Breuker, *Smidte*, 1987, nr. 4.13.
    Leo ab Aitzema 1600 Dokkum - 1669 Den Haag; Wumkes, s. 269-276.
    Ern. Baders ± 1650 Ljouwert (?) - ± 1705 Ljouwert; Wumkes s. 335-338.
    Joann. Bouricius 1623 Ljouwert - 1671 Ljouwert; G. de Wal, *Oratio de Claris Frisiae Jureconsultis*, Leov., 1825, s. 250-252.
    Joh. Funger, jr. 1555 (?) Ljouwert - 1612 Frjentsjer; Wumkes, s. 162-169.
    Tobias Gutberleth 1609 Cruspers (Hessen) - 1662 Ljouwert; Wumkes, s. 329-335.
    Edo Neuhusius 1581 Steinfurt - 1638 Ljouwert; Wumkes, s. 199-204.
    Henricus Neuhusius 1614 Ljouwert - nei 1684 Ljouwert (Fersen út 1684!); Wumkes, s.261-269.
    Regnerus Neuhusius 1608 Ljouwert - 1679 Alkmaar (rektor Harns 1632-1638); Wumkes, s. 208-211.
    Joh. Schotanus à Sterringa 1643 Frjentsjer - 1699 Frjentsjer (soan fan Chr. Schotanus, 1603-1671, prof. Frjentsjer yn Gryksk, tsjerkeskiednis en teology), rektor Frjentsjer 1671-1678, prof. Frjentsjer 1678-1699; S. Galama, *Het Wijsgerig Onderwijs aan de Hogeschool te Franeker*, Fran., 1954, s. 116-124.
    Pier Winsemius 1586 Ljouwert - 1644 Frjentsjer, prof. Historiae et Eloquentiae 1638-1644; Wumkes, 207-208.
13. "Overigens is die achterstand van de landgewesten op het gebied van onderwijsvoorzieningen in de literatuur altijd meer vóórondersteld dan nauw omschreven," yn R. Bastiaans, H. Bots en M. Evers, *Een onderzoek naar zeventien Gelderse Latijnse scholen*, Zutphen, 1985, 14.
    Sj. ek Frijhoff, 128, 132, 139, 211-213 en 258. De fraach is fansels oft men yntellektuele ûntjouwing beheine mei ta de latinisten, dy't latynske skoalle en Akademy ôfmakken en aktyf Latyn brûkten.
14. Gabbema op Th. Saeckma, yn *Klioos Kraam*, Leeuwarden, by Hendrik Rintjes, 1657, s. 107.

15. Foar de term "gelehrte-Poesie", hiërargy, status en skaaimerken fan de "gelearden" en har kultuer: Grimm, 16 e.f., 114 e.f. Wehrli, 143: "Hier wird durch selbstverfasste Lyrik das ganze Leben in sagbare und überlieferbare Ordnungen gefasst".
16. *Amplissimus* wie de oansprekfoarm foar riedshearen en *Nobilis(simus)* foar adel en guon leden fan it patrisiaat: bgl. Burmania, Ockinga, Aylva, Inthiema, Jongestal, ab Andree, mar net bgl. Jepema, Viersen. Sjoch ek Visser.
    Twa priuwkes fan devaluaasje yn 'e titulatuer:
    Baders (1673) ûnder syn opdracht oan baron Schwarzenberg: *Nobilissimae Amplitudinis tuae Devotissimus Cultor submississimusque Cliens*, en dûmny Brink (pastor in pagis Beers et Jellum) titele syn lokwinskfers út 1710 oan Suffr. Burmania *Nobilissimo Amplissimo. Generis Antiquitate. Virtutum Splendore. Doctrinae et Eruditionis Gloria Eminentissimo. Viro ac Domino*. Alle sljochtweihinne latinisten wiene fansels op syn minst *Doctissimus*. Roubuorden en grêfstiennen binne ek wichtich as boarne.
17. Yn syn *Theatrum Ingenii Humani*, 2de pr. A'dami, 1648, II, cap. XIV, s. 270-294.
18. Hessel Vegelin de Claerbergen bgl. neamt yn syn *Musa Languida* (1680) Franc. Duco à Camminga in "vir antiqua virtute et fide".
19. Yn it *Album Collegii Studiosorum ex Gymnasio Leovardiensi* 1626-1668 (J. Visser, 1985), s. 76 út 1642.
20. *Urbanitas* is goede smaak en ynbannige libbensstyl, fan it âlde stimpel, lykas útbylde yn Th. Saeckma syn portret fan W. de Geest út 1638 (Sj. L. de Vries, *Wybrand de Geest*, Leeuwarden, 1982, s. 48). Foar "cierlik" en deftich:
    - as H. Rintjes yn 1684 *De Morgenstond in haer somersche vermaecklykheden* útjout, wol er net rekkene wurde ta de "deftige dichters", dy't de retoryk fan Griken en Romeinen brûke.
    - dûmny Gellius Boetius ferûntskuldiget him by "de eenvoudige lezer" foaryn syn *De Prophetische Duyve* (1660), want hy hat "sommige latynsche spreuken gehouden om den soeten en cierlijcken kracht en nadruck".
    - Gabbema priist yn in roufers Hylck Boner, widdo Saeckma, har "Deftigheyt en heuschen ommegangk met Eerbaarheyt beleyt" (*Klioos Kraam*, 1657, s. 107).
    - yn de (foar 't earst) twatalige skoalwetten fan Ljouwert fan 1674 (kopy fan de latynske út 1638) wurdt der by de masters op oanstien "datse vriendelijckheyt met deftigheyt (gravitas), toegeventheyt met betamelyke gestrengheyt matigen".

    Tefolle útwrydsk-geleard wie "pedant", in topos dêr't faken in karikatuer fan makke waard, bgl. U. Huber, *Oratio de Pedantismo* (1 juny 1688, Frjentsjer); sjoch Grimm, s. 360.
21. O. Reboul, *Language et idéologie*, Paris, 1980. Sjoch ek: I. Schöffer, The Batavian Myth during the 16th and 17th centuries, yn: J.S. Bromley and E.H. Kossmann, *Britain and the Netherlands*, vol.V: *Some political Mythologies. Papers delivered to the 5th Anglo-Dutch Historical Conference* (The Hague, 1975), s. 78-101.
22. Ik neam de hichtepunten út it neolatynske Nassau-skift:
    - 1620 Pier Winsemius en Edo Neuhusius nei oanlieding fan Willem Lodewijk syn dea (de tradisjonele poëtyske oratio funebris, útsprutsen yn Akademy en skoalle);
    - 1630 Pier Winsemius *Panegyricus* foar Ernst Casimir syn militêre dieden (1000 rigels);
    - 1632 Winsemius en Neuhusius op 'e nij, nei oanlieding fan Ernst Casimir syn dea;
    - 1642 Gutberleth op it ferstjerren fan widdo Sophia Hedwig;
    - 1652 Henr. Neuhusius op trouwen en ynheljen Willem Frederik en Alb. Agnes (in lytse fersekrânse, opnommen foar yn syn bondel *Poëmata Extemporanea* (1656);
    - 1664 Joh. Schotanus à Sterringa syn poëtyske oraasje yn 'e Frjentsjerter Akademy nei dea Willem Frederik;
    - 1684 Henr. Neuhusius loffersen op ynheljen breidspear Hendrik Casimir II en Henr. Amalia van Anhalt-Dessau.
23. De dichter Junius neamt him dan "Illustrissimae Celsitudini Tuae deditius cliens".
24. Tobias Gutberleth *Anacreon Leoninus* (Ljouwerter Anacreon) *seu Thalassio*, apart útjûn by Cl. Fonteyne yn 1648 (net yn syn bondel); ek Henr. Neuhusius, *Poëm. Ext.* 97 (= Frisia Nobilis,

123), en Gachet (Pc 5602, PBF). Wybrand de Geest syn skilderij: yn katalogus *Trésors de la Frise*, s.30, kat. nr. 9. (Utstalling Paris-Reims-Ljouwert, 1990).

25. De spesjale relaasje Gabbema-Gutberleth, earst learling-learaar en letter oarsom, docht bliken út in grut tal fersen fan Gutberleth foar Gabbema (loffersen, album-fers, drompelfersen, bgl. twa knappe Catullus 4-parodyen foar Gabbema syn útjefte fan Catullus, Tibullus en Propertius yn 1659). Yn *Codex Gabbema*, PBF, Catal. s.94 is in brief fan Gutberleth "Litteratissimo politissimoque viro-juveni Dn. Simoni Abbes Gabbema", 30-12-1648. De rektor freget de studint oft dy Gutberleth syn poemata kritysk hifkje wol. Dûmny Oedzonius wie tuskenpersoan foar har brieferkear.
26. Breuker, II, 1, 237 e.f.
27. Yn de *Inventarissen van de inboedels in de verblijven van de Oranjes*, 1567-1795 II (R.G.P. 148, 's-Gravenhage 1974) s.74, nr. 1164 wurdt neamd in *Portrait van de Fürstin Amalia van Nassau, geschilderd als een Friesse Boerin*. Sjoch ek Const. Radstedius, *De Prisca Batavorum Frisiorumque virtute oratio,* Frjentsjer, 1651.
28. Doelt Gysbert Japix op dizze syklus as er yn syn 22ste brief fan 1-12-1660 Gabbema betanket "for dy gouwe *Kredinse* fen dy Rectoare Gutberleth"? Breuker, II, 1, 259: "It fers is net maklik te identifisearjen..., mar faaks hat it in troudicht west". J.H. Brouwer, *Oantekeningen op Gysbert Japicx Wurken*, Boalsert, 1966, 342 tinkt by kredinse oan foarpriuwke of buffet.
"Hokker foarpriuwke hjir bidoeld wurdt is net dúdlik." Hy wol ha, it fers moat slaan op Gabbema syn beneaming ta skiedskriuwer yn 1659. Yn it (noat 27 neamde) diel fan de ynventarislisten fan de Nassaus stiet faken in "credens", bgl.: "Een hooch vergult credens met een manneken" (s.7, nr. 46) en: "Twee vergulde credentzen met waepen van Oranje en Nassau" út 1681 (s.95, nr. 240). Dat moatte bekers of pronkblêden west ha. Of slacht it goud op de gouden tiid, dêr't no de foarsmaak fan preaun wurdt?
29. De krekte ynterpretaasje fan dizze syklus is slim te jaan. De do as presintsje fan Hero Ockinga oan de rektor fan syn soan, of de do as symboal. De "doweboel" siet yn dy jierren yn 'e loft: de do as leafdes-bist yn leafdesfersen en Heechliet-bewurkingen, en Boetius syn *De Prophetische Duyve*, ek út 1660. De kombinaasje do - erotyk - ferstjerren (seksuele ympotinsje) giet werom op Catullus 3 en Ovidius *Amores* II, 6.
Gabbema yn syn Catullus-útjefte: "ad exemplum hujus passeris devlevit Ovidius Psittacum, Stella Columbam, alii alia". Twa alii: Barlaeus, dy't in grutte ynfloed op Gutberleth syn dichtsjen hie (taal, ûnderwerpen) yn *Poemata*, ed. 1654 (A4597, P.B.F.) neist oare Catullus-imitaasjes: *Passer Susannae Bartelottae* (s.331; 120 rigels). P. Winsemius yn *Sirius* (Frjentsjer, 1638), s.225 e.f. in syklus op de dea fan in hûntsje *Manes Martis Canis* en s.235: *In Columbum Turturem*, en yn syn *Amores* (Frjentsjer 1631) foar Mincia (syn "Lesbia") de Elegiae 70 en 119, beide *Ad Turtures Minciae*.
30. Wumkes, s. 168.

LITERATUER

Breuker, Ph.H. (1989)
It wurk fan Gysbert Japix, Ljouwert.

Dyk, S. (1987)
It midfryske brulloftsfers en de epitalamyske tradysje, Ljouwert.

Faber, J.A. (1982)
De endogamie van de Friese adel, yn: Breuker, Ph.H., e.a., *Freonen om ds. J.J. Kalma hinne,* Ljouwert, s. 229-237.

Forster, L. (1977)
Die Bedeutung des Neulateinischen in der deutschen Barockliteratur, yn: *Deutsche Barockliteratur und Europäische Kultur, Dokumente des Intern. Arbeitskreis der deutschen Barocklit*, Hamburg, Band III, s. 53-71.

Frijhoff, W.Th.M. (1981)
La Société Néérlandaise et ses Gradués, 1575-1814, Amsterdam.
Grant, W.L. (1965)
Neo-Latin Literature and the Pastoral, Chapel Hill.
Grimm, G.E. (1983)
Literatur un Gelehrtentum in Deutschland, Tübingen.
Guépin, J.P. (1986)
Drie eeuwen Latijnse poëzie door Nederlanders geschreven, yn: *De Tweede Ronde*, 7e jg., nr.4, s. 135-148.
Hellinga, W.G. (1938)
Hy zwerve balling 'sLands, die zyne Landtaal blaamt, yn: *Frysk Jierboek*, Assen, s.j., s. 70-99.
Schenkeveld-van der Dussen, M.A. (1984)
Poëzie als gebruiksartikel, gelegenheidsgedichten in de 17e eeuw, yn: *Historische letterkunde, Facetten van vakbeoefening*, onder redactie van M. Spies, Groningen, s. 75-92.
Segebrecht, W. (1977)
Das Gelegenheitsgedicht. Ein Beitrag zur Geschichte und Poetik der deutschen Lyrik, Stuttgart.
Visser, J. (1961)
Adel en "Adel" in de Staten van Friesland in de 17e en 18e eeuw, yn: *De Nederlandsche Leeuw 78*, s. 430-456.
Wehrli, M. (1976)
Latein und Deutsch in der Barockliteratur, yn: *Akten des V. Internationalen Germanistenkongresses*, Cambridge 1975, Heft 1. Jahrb. f. Intern. Germanistik, Reihe A. Kongressberichte, Bd.2, s. 134-149.
Witstein, S.F. (1969)
Funeraire poëzie in de Nederlandse Renaissance, Assen.
Wumkes, G.A. (1932)
Paden fen Fryslân I, Boalsert.
Ysewijn, J. (1977)
Companion to Neo-Latin Studies, A'dam, (2nd ed., Part I, Leuven, 1990).

Ta de syllabifikaasje yn it Frysk

Willem Visser

0 Ynliedend[1]

Op 't heden wurdt der moai algemien fan útgongen dat de syllabe in wichtige rol spilet yn 'e fonologyske strukturearring fan taal, dat er m.o.w. in wichtige fonologyske ienheid útmakket. De syllabe kin by ûnderskate dingen brûkt wurde: it formulearjen fan fonologyske regels, it formulearjen fan beheiningen op it foarkommen en op 'e kombinearringsmooglikheden fan fonemen (fonotaktyske en kollokasjonele restriksjes) en it beregeljen fan dingen dy't yn 'e regel wider fiemje as ien inkel segmint (en dêrom wol suprasegminteel neamd wurde), lykas klam en toan.

De krekte ynterne struktuer fan 'e syllabe is in punt fan diskusje, mar it algemiene betinken op dit stuit is (wer) dat de syllabe net opfette wurde moat as in rige segminten mei oan wjerskanten in syllabegrinssymboal (Hooper (1972)), mar dat er in hiërargyske ynterne struktuer hat. Al in moai hoart is dy ynterne struktuer sa begrepen:

(1)



Yn (1) wurdt útdrukt dat de nukleus (= kearn) en de koada mear in ienheid útmeitsje as de oanset en de nukleus, wat bliken docht oan mear kollokasjonele beheiningen tusken nukleus en koada as tusken oanset en nukleus.

Net alle konstituinten fan (1) hoege der yn elke syllabe te wêzen. Inkel de nukleus moat der wêze: sûnder nukleus gjin syllabe. De oanset is der neffens Cairns en Feinstein (1982:196) yn it ûnmarkearre gefal al en de koada net. De maksimaal ûnmarkearre syllabe hat dêrmei dizze foarm:

(2)



Dit is de saneamde CV-syllabe dêr't fan útholden wurdt dat alle talen fan 'e wrâld him hawwe.

Yn dit stik wol ik it net hawwe oer de ûnderskate syllabetypen yn it Frysk, mar oer de fraach hoe't yn it Frysk syllaben foarme wurde. Ik behein my dêrby ynearsten ta de syllabifikaasje fan net-gearstalde monosyllabyske foarmen en hoopje sa te slagjen ta in (begjin fan in) syllabifikaasjeproseduere foar it Frysk.

Dat ik my behein ta net-gearstalde foarmen, hat in mear praktyske en in mear teoretyske reden. De praktyske is dat men earne begjinne moat en dan is it net-gearstald wêzen fan in foarm in moai ienfâldich middel om te soujen. De teoretyske is dat it byinoar bringen fan wurden/stammen en affiksen (benammen suffiksen) sekwinsjes fan segminten opsmite kin dy't nea yn net-ôflate foarmen foarkomme, bgl. yn gru*t* + *sk* + *st* en gny*p* + *sk* + *st*. Dat liket my in sterke oanwizing ta dat in syllabifikaasjeproseduere fierstente krêftich wie, wannear't er bedoeld wie foar ôflate likegoed as foar net-ôflate foarmen. Wy sille dêrom oannimme dat sa'n proseduere net krêftiger wêze moat as dat nedich is foar net-ôflate foarmen.

Omdat de syllabe in wichtige rol spilet yn 'e fonologyske strukturearring fan taal, is it foar de stúdzje fan 'e fonology fan it Frysk fan belang om nei te gean hoe't it dêr mei de syllabe 'sit'. Yn 'e earste opslach is it bestudearjen fan 'e syllabe te ferdigenjen as doel yn en op himsels, benammen mei it each op 'e fonotaksis en ek omdat oan 'e hân fan it Frysk as universeel bedoelde syllabeteoryen hifke wurde kinne. Letter kin in útwurke hypoteze oer syllabifikaasje en de syllabe yn it Frysk ús helpe by it begripen en formalisearjen fan regelmjittichheden en regels yn 'e fonology fan it Frysk. Dêr kin by tocht wurde oan 'gewoane' segmintele regels, mar bgl. ek oan it systeem fan klam.

1 Syllabifikaasje

Oer de wize hoe't syllaben der komme, besteane hjoed de dei grosso modo twa opfettingen, dy't ik foar it gemak as de *statyske* en de *dynamyske* opfetting beneame sil.

Yn 'e *statyske* opfetting wurdt derfan útgongen dat der foar taal X in *syllabetemplaat*, in abstrakt mal fan 'e syllabe, is. De funksje fan it templaat is om de 'grutte halen' fan 'e syllabestruktuer wer te jaan: a) de hiërargyske struktuer; b) de segminttypen dy't mei de einknopen ferbûn wurde meie, yn termen fan natuerlike fonologyske klassen of absolute sonoriteitswearden; c) de folchoarder fan 'e segminten; d) hokker konstituinten oft der perfoarst wêze moatte en hokker oft opsjoneel binne, sj. Selkirk (1982:344-345). Tagelyk fungearret it templaat as in 'ynoarder filter' (wellformedness filter): de syllabestruktuer fan in beskaat wurd moat net-ûngelyk wêze oan dy fan it templaat. Omdat it templaat abstrakt is, is de kâns grut dat it oergenerearret en mear segmintsekwinsjes karakterisearret as dat foarkomme. Der moatte dan oanfoljende (positive of negative) filters formulearre wurde dy't guon sekwinsjes foarskriuwe of as ûngrammatikaal útsouje.

Syllabifikaasje komt no ta stân troch it ferbinen/assosjearjen fan 'e segminten oan 'e einknopen fan it templaat, wat "mapping" neamd wurdt. Dat assosjearjen

wurdt ôftwongen troch it prinsipe fan *prosoadyske wettiging* (prosodic licensing) dat seit dat alle fonologyske ienheden prosoadysk wettige d.w.s. yn 'e hegere prosoadyske struktuer opnommen wêze moatte (Itô (1986:2)). Foarstanners fan dizze templaatoanpak binne û.o. Selkirk (1982) en Itô (1986).[2]

Yn 'e *dynamyske* opfetting wurdt derfan útgongen dat syllabifikaasje bestiet út it stapke foar stapke gearnimmen fan segminten yn syllaben troch syllabebouwende regels. In fertsjintwurdiger fan dizze opfetting is Levin (1985). De syllabifikaasjeregels wurde by har ûnderbrocht yn in syllabestruktueralgoritme (SSA), in samling oardere regels dy't as gehiel in saneamde 'anywhere rule' is, in regel dy't wurket wannear't er mar kin.

Yn beide opfettingen wurdt der dus fan útgongen dat in foarm op it ûnderlizzende nivo gjin syllabestruktuer 'boppe him hat'.

Yn beide opfettingen kin nei in fonologyske of morfologyske operaasje resyllabifikaasje syn beslach krije. Yn 'e statyske wurdt der op 'en nij oan it templaat assosjearre. Yn 'e dynamyske wurdt it SSA op 'en nij tapast.

Yn beide opfettingen binne oanfoljende filters nedich.

It ferskil is dat in (abstrakte) syllabestruktuer der yn 'e statyske oanpak al 'is', wylst dy yn 'e dynamyske oanpak alle kearen wer foarme wurdt. Dat is lykswols gjin wêzentlik ferskil. In statysk templaat hat gâns *regel*mjittichs yn[3], wylst it SSA alle kearen inselde abstrakte syllabe(struktuer) opsmyt, omdat inkel foar de regel fan *N*ukleus-pleatsing (sj. §2) nei de fonetyske eigenskippen fan 'e segminten ferwiisd wurde moat. It liket my ta dat beide opfettingen te kombinearjen binne.

Myn útgongspunt sil wêze dat syllabifikaasje bestiet út syllabebouwen mei help fan (projeksje)regels. De (dynamyske) syllabebouwende regels en it (statyske) templaat binne by my twa kanten oan ien en deselde saak, syllabifikaasje.[4] Yn myn oanpak binne de regels lykswols primêr, dat it templaat hoecht net apart stipulearre te wurden, omdat de regels it oanleverje; it 'kostet' m.o.w. neat.

2 Syllabifikaasje yn it Frysk

Ik gean hjir út fan 'e syllabifikaasjeteory fan Levin (1985), dy't de syllabe as in X-bar-projeksje fan 'e nukleus beskôget.[5] In foarm bestiet ûnderlizzend út in rige segminten dy't assosjearre binne oan 'e skelet- of strukturele laach dy't bestiet út abstrakte strukturele (tiids)ienheden (*X*'en) sûnder fierdere ynhâld. De syllabifikaasjeregels wurkje op 'e *X*'en fan it skelet. Foar mar ien regel is ferwizing nei de fonetyske eigenskippen, de 'meldij', nedich, ntl. deselde dy't in *N*(ukleus) boppe in [-kons] segmint set. De neifolgjende twa regels nimt Levin fan oan dat universeel binne:

(3) a. *N-pleatsing* b. *CV-regel*



Omdat de nukleus de iennichste konstituint is dy't altyd oan in meldij ferbûn wêze moat, stiet yn (3b) de *X* fan 'e oanset tusken heakjes. Regel (3b) drukt út dat in konsonant en in fokaal dernei altyd tautosyllabysk ynterpretearre wurde moatte, ferl. de Universal Core Syllable Condition fan Itô (1986:5):[6]

(4) IF C V

THEN s

Wy hawwe al sjoen dat de CV-syllabe der universeel foar it minst markearre syllabetype op trochgiet.

Mei de folge yn (3) wurdt earst de maksimale projeksje (*N''*) foarme. Neffens Levin kin de syllabe in koada krije troch in taalspesifike *koada-regel*:

(5) *Koada-regel*



At (5), as de spesifikere regel, nei dy yn (3), de algemiene regels, wurkje moat, wurdt de tuskenprojeksje (*N'*) dus letter foarme as de maksimale projeksje. Soks komt jin wat wûnder oan foar struktuerbouwende regels. Men soe ferwachtsje dat earst de koada en dan de oanset yn 'e struktuer opnommen waard, dat de maksimale projeksje m.o.w. fan ûnderen nei boppen opboud waard. Regel (3b) kreëarret boppedat in struktuer dy't de X-bar-kondysje skeint dat projeksjenivo's opinoar oanslute moatte.[7] Ien mei oar haw ik konseptuele beswieren tsjin Levin har proseduere.

De folge (3)-(5) slút oan by it Maximal Onset Principle (MOP), dat seit dat de oanset fan 'e syllabe maksimalisearre wurde moat, ferl. ek (4).[8] Yn Clements

(1988:39/40) wurdt lykswols foarslein om it MOP, in observasjonele oerflaktegeneralisaasje, net yn regelfolchoarder yn te bouwen, mar (yndirekt) fuortkomme te litten út in Complexity Metric dy't de kompleksens mjit fan oanset + nukleus en nukleus + koada (= rym), en dêrmei fan 'e hiele syllabe. Clements syn prinsipe fan sonoriteitsferrin (dispersion principle) seit dat yn 'e oanset de sonoriteit nei de nukleus ta leafst skerp tanimt, wylst dy yn 'e koada, rekkene fan 'e nukleus ôf, leafst sa min mooglik feroaret. De kompleksens fan 'e oanset (+ nukleus) nimt dus ta neigeraden dat it sonoriteitsferrin igaalder is, wylst dy fan 'e (nukleus +) koada tanimt neigeraden dat it sonoriteitsferrin skerper is. Op grûn fan dit prinsipe en de Complexity Metric wurdt de oanset maksimalisearre, omdat de ideale koada leech is, dat gjin inkel sonoriteitsferrin jout; de ideale syllabe is m.o.w. iepen. Dêrom hoecht neffens Clements yn syllabifikaasjeregels net stipulearre te wurden dat de oanset earder foarme wurdt as de koada. Clements (1988:40) komt út by dit *Core Syllabification Principle*:

(6) a. Associate each [+syllabic] segment to a syllable node
b. Given P (an unsyllabified segment) adjacent to Q (a syllabified segment), if P is lower in sonority rank than Q, adjoin it to the syllable containing Q. (iterative)

Soks is net samar nei ús model oer te bringen. By ús wurdt in [-kons] segmint net streekrjocht oan 'e syllabeknoop fêstmakke, mar oan 'e nukleusknoop, dy't dan ta in syllabe útboud wurdt. Wannear't wy de CV-regel en de Koada-regel simultaan wurkje lieten, koe inkel de *N'*-knoop kreëarre wurde, wat my net goed taliket, omdat dan it rym der net as unike konstituint út te kennen is.

It liket my de baas ta om de koadaregel foar de CV-regel te oarderjen, ferl. Kager (1989:198) foar it Hollânsk. Wy sille oannimme dat de Complexity Metric dêrnei de boel ynspektearret en resyllabifikaasje ôftwingt wannear't dat de syllaben optimalisearje kin. In koada-konsonant kin dan nei de oanset ferhúzje moatte. It sil klearrichheid hawwe dat soks inkel oan 'e oarder is yn polysyllabyske wurden en net yn 'e monosyllabyske dêr't wy ús hjir ta beheine. Dêrom formalisearje wy dy 'reparaasje' hjir net. Us foarriedich SSA komt der no sa út te sjen:

(7) a. *N-pleatsing* b. *Koada-regel* c. *Oanset-regel*



In syllabe is dêrmei altyd in maksimale projeksje (*N''*) fan *N*, mei *N'* as tuskenprojeksje. Yn (7b), oars as yn (5), stiet de *X* fan 'e koada dan ek tusken heakjes.

Ik nim oan dat SSA (7) wurket neffens de ienfâldige ynstruksje 'syllabifisearje', ferl. de feralgemiene ferpleatsingsregel 'Moveα' yn 'e syntaksis. Yn syn wurking wurdt it beheind troch algemiene prinsipen, bgl. dat fan in minimale sonoriteitsôfstân tusken oanbuorjende segminten, wylst taalspesifike filters de segmintele, lineêre opbou neigeane. Meastal jout it SSA it goede resultaat. Dat komt omdat de measte foarmen 'klear' binne op regelmjittige syllabifikaasje, dy't dêrmei ta in grutte hichte te foarsizzen is en ûnderlizzend net oannommen wurde hoecht.

Mei SSA (7) kin op syn meast de syllabe ûnder (8) ôflaat wurde:

(8)



Wy sille no neigean oft (8) foar Fryske net-gearstalde, monosyllabyske wurden genôch is. Earst besjogge wy de oanset, dan de nukleus en dêrnei it rym as gehiel.[9]

2.1 De oanset

It mei bekend stean dat konsonanten net yn likefolle watfoar folge foar de (fokalyske) nukleus yn 'e rige stean meie. Nei de nukleus ta, dy't by definysje it sonoarste elemint fan 'e syllabe útmakket, moat de ynherinte sonoriteit fan 'e segminten tanimme. Ik nim de neifolgjende sonoriteitsskaal oan:[10]

(9) stiml. ploffers - stimh. ploffers - stiml. rûzers - stimh. rûzers - nasalen - likwiden - sletten fokalen - healsletten fokalen - healiepen fokalen - iepen fokalen

--> tanimmende sonoriteit

Dat de sonoriteit nei de nukleus ta oanwinne moat, is fan dy gefolgen dat de begjin- en einkloften faak inoars spegelbyld binne.

Clements (1988) freget him ôf oft [sonoar] in primityf fonologysk skaaimerk is. Hy nimt oan dat de relative sonoarens fan in segmint definiearre wurde kin yn termen fan ûnôfhinklik motivearre binêre skaaimerken, ntl. dy fan 'e plus-wearden fan 'e fjouwer haadklasseskaaimerken (Clements (1988:12)):

(10)

O	<	N	<	L	<	G	<	F	
—		—		—		—		+	syllabysk
—		—		—		+		+	vocoid
—		—		+		+		+	approksimant
—		+		+		+		+	sonorant
0		1		2		3		4	relative sonoarens

(O = obstruint, N = nasaal, L = likwide, G = glider, F = fokaal)

It skaaimerk [syllabysk] is oerstallich, wannear't wy it ferskil tusken fokalen en gliders as struktureel opfetsje. Gliders en fokalen falle dan gear.

Mei it skaaimerk [approksimant][11] krijt Clements likwiden + fokalen en nasalen + obstruinten yn ien sonoriteits(ûnder)skift. Jildt dy yndieling no ek foar it Frysk?

Oan 'e iene kant is it op it earste each as meitsje nasalen en likwiden yn it Frysk ien sonoriteitsskift út. Yn 'e oanset kloftsje se hielendal net mei-inoar gear en yn 'e koada yn mar in pear gefallen. Fierderop sille wy sjen dat eleminten fan ien en itselde sonoriteitsskift net gearkloftsje meie. Dat de nasaal /n/ yn 'e oanset mei mear obstruinten gearkloftet as inkel mar /s/, liket der, oan 'e oare kant, op te wizen dat nasalen en obstruinten yn it Frysk net ien sonoriteitsskift binne.

Likegoed soe ik oan de sonoriteitsyndieling fan (10) fêsthâlde wolle. Yn 't foarste plak omdat dy as universeel bedoeld is; yn 't oarde plak omdat dy foar it Frysk, al liket dat op it earste each sa net, de goede empiryske foarsizzingen docht (sj. fierderop). Op grûn fan it prinsipe fan sonoriteitsferrin (sj. hjirboppe) en (10) -at wy it ûnderlizzende ferskil glider-fokaal oerjouwe- wurdt foarsein dat in komplekse oanset idealiter út 'e sekwinsje *OL*- bestiet. De nulhypoteze foar de oanset kin as it neikommende (positive) filter formulearre wurde:

(11) *Oansetfilter*
Yn in oansetkloft bestiet tusken de konsonanten in ferskil fan twa sonoriteitsskiften

Men ferwachtet dat in taal him yn it ûnmarkearre gefal oan (11) hâlde sil. Oars sein, (11) koe in parameter, in universele opsje, wêze mei de ûnmarkearre wearde: posityf. In ferskil fan ien sonoriteitsskift is dan it markearre gefal. Wannear't dizze redenearring hout snijt, hâldt dat yn dat (11) net yn 'e grammatika fan it Frysk opnommen wurde hoecht. It sil klearrichheid hawwe dat soks inkel oan 'e oarder is by talen dy't oansetkloften tasteane.[12]

Mei (11) wurde *ON*- en *NL*-kloften yn 'e oanset útsletten. De iennichste kloft dy't (11) tastiet is *OL*, de kloft dy't it skerpste sonoriteitsferrin jout. Mei (10) en (11) hoege wy de twadde posysje yn in oansetkloft net mei safolle wurden te beheinen ta in likwide, dat troch û.o. Trommelen (1984) foar it Hollânsk al dien wurdt.

At wy de konsonanten no, oardere neffens sonoriteitsklassen en mei oanwinnende sonoriteit, yn 'e rige sette foar de fokalyske nukleus, komme wy út by (12):[13]

(12)

p/b t/d k/G	{n/m}	{l/r}	h	V
f/v s/z x/g				
3	*2*	*1*		*0*

Tusken twa oanbuorjende tautosyllabyske segminten moat in beskate sonoriteitsôfstân -oars sein: in beskaat sonoriteitskontrast- bestean. Der is wol útsteld om segminten in absolute (taalspesifike) sonoriteitswearde ta te wizen yn 'e foarm fan natuerlike getallen en om de (hjir en dêr taalspesifike) sonoriteitsôfstân sa ek te operasjonalisearjen (Steriade (1982)). Ik tink dat wy dêr skoan de yndieling fan (10) foar brûke kinne. De ferplichting ta in beskate sonoriteitsôfstân is fan dy gefolgen dat segminten fan ien en deselde sonoriteitsklasse gjin kloft útmeitsje kinne. Wy kinne it neikommende filter formulearje:[14]

(13) * $(X_{[\alpha son]} \quad X)_{s\,[\alpha son]}$

(13) is (wer) universeel bedoeld, mei de mooglikheid fan (taalspesifike) parametrisearring, en hoecht dus net yn 'e grammatika fan it Frysk opnommen te wurden.

Wy kinne no neigean wat yn 'e oanset mooglik is. Mei de beheiningen fan noat 13 kinne alle eleminten fan rige *3*, *2* en *1* fan (12) de oanset fan 'e syllabe útmeitsje. Ik nim oan dat se yn prinsipe allegearre mei in koarte fokaal, in lange fokaal en in twilûd kombinearje kinne, al sille der fandatoangeande gatten wêze.

Op grûn fan (11) kinne inkel de eleminten fan rige *3* en *1* (de obstruinten en de likwiden) in kloft foarmje.[15]

Suver alle eleminten fan *3* litte har kombinearje mei /r/ en /l/: bgl. *pl*ak, *pr*om, *bl*om, *br*ea, *tr*ang, *dr*ip, *kl*am, *kr*op, *gl*ei, *gr*ûn, *fr*et, *fl*ym, *wr*ak, *sl*ak. *zl*-, *zr*-, *xl*-, *xr*-, *gl*- en *gr*- binne ûnmooglik, sj. noat 13. De kombinaasjes /tl/, /dl/, /vl/ en /sr/ komme net foar. Om de earste trije út te sluten slaan ik de neikommende filters foar:[16][17]

(14) a. * b. *

It fergruttet neffens my ús ynsjoch net, wannear't wy besochten om dizze twa filters gear te klappen ta ien.

De filters (14) kinne net ferklearre wurde mei sokssawat as de sonoriteitshiërargy. Clements (1988:38/39) wiist derop dat universeel besjoen sekwinsjes fan segminten mei deselde spesifikaasje foar [kontinuant] minder favoryt binne as deselden mei in ûngelikense spesifikaasje. Yn gâns talen binne *tr-* en *dr-* al mooglik as oanset, mar *tl-* en *dl-* net.[18] Wy soenen dan oannimme moatte dat /l/ [-kontinuant] is, dat neffens Clements sa ek is. Foar it Frysk is dat fonologysk net oannimlik, omdat dan nasalearring ek troch de [-kontinuant] /l/ yn 't wurk set waard, wylst dat proses it maklikst te beskriuwen is mei [+kontinuant] konsonanten.

De iennichste kloften fan *3* en *2* dy't yn eigen wurden foarkomme, binne deselden yn (15):

(15) *sn- sm- kn- Gn- fn-*

pm- kin foarkomme yn in ynkoarte foarm fan *pûnsmiet*, dat as [pmjIt] útsprutsen wurde kin, mei in saneamde 'closed transition' fan [p] en [m]. It mei dúdlik wêze dat *pm-* yn 'gewoane' wurden net foarkomt.

tn- en *dn-* komme net foar oan it begjin fan in wurd, mar mooglik al oan it begjin fan in ûnbeklamme syllabe yn it wurd, bgl. wi*dn*er, moar*dn*er, byl*tn*is, par*tn*er. Dat /d/ yn 'e earste twa wurden net folslein ta de earste syllabe heart, kin men mooglik hjirút ôfnimme dat er troch einlûdferskerping syn stim net kwyt rekket, dat /d/ soe dêr ambisyllabysk wêze kinne.[19] Yn 'e lêste twa wurden kin /t/ it lêste segmint fan 'e earste syllabe wêze, mar de kloft [tn] liket my ek mooglik te wêzen. De distribúsje fan dizze kloften is dus tige beheind. De swierrichheden mei bgl. *widner* en *partner* binne twadderlei. Is de syllabifikaasje $(vId)_s(n@r)_s$ en $(pa:t)_s(n@r)_s$, dan hawwe wy in min 'syllabekontakt' yn termen fan 'e yntersyllabyske Syllable Contact Law (Murray & Vennemann (1985), Clements (1988:42-44)), dy't seit dat in syllabe-oergong mear preferearre wurdt neigeraden dat de earste syllabe sonoarder ophâldt en de twadde minder sonoar begjint: $...t/d)_s\ _s(n...$ is in gâns mindere oergong as $...n)_s\ _s(t/d...$ At /t/ en /d/ ta de twadde syllabe hearre, is der neat mis mei it sonoriteitsferrin, mar dan hawwe wy in sekwinsje fan segminten mei deselde spesifikaasje foar [kontinuant] en sokken binne net sa favoryt, sjoch hjirboppe.

pn- komt inkel foar yn lienwurden, lykas *pn*eumatysk, en bibelske nammen, lykas *Pn*iël. *fn-* komt foar yn 'e wurden *fnaskje*, *fnasseltsje*, *fni(s)seltsje*, *fnitteltsje*, *fn(j)it*, *fnittelje*; wurden mei *Gn-* en *kn-* binne wat frekwinter.

Al dizze kloften wurde ferbean troch (11), dat dêrmei ferkearde empiryske foarsizzingen liket te dwaan. Yn 'e paragraaf hjirnei sil besjoen wurde hoe't wy dermei oan moatte.

2.2 Ekstrasyllabisiteit yn 'e oanset

Oan 'e rânen fan it fonologyske wurd -oars sein: oan 'e bûtenste rânen fan 'e bûtenste syllaben fan it fonologyske wurd- is universeel wat 'ekstra's' mooglik oan kloften. Sa kinne dêr kondysjes op 'e relative sonoriteitsôfstân en op homorganens skeind wurde.

Yn it Frysk docht soks him yn trije gefallen foar. Alderearst hawwe wy de kloften fan (15) fan obstruint + nasaal, dy't neffens (11) ferbean binne. Twad binne der kombinaasjes fan twa obstruinten mooglik, dat (11) likemin lije wol. Tred is /s/ wat 'ekstra's' foar elke konsonant, dat mar foar in part troch (11) beregele wurdt, mar op oare grûnen oannimlik te meitsjen is.

Der wurdt op 't heden fan útgongen dat sokke 'ekstra' konsonanten, dy't net 'gewoan' mei it SSA syllabifisearre wurde kinne, earst in foech taheakke oan 'e syllabe útmeitsje, in sa neamde *appendiks* (Halle en Vergnaud (1980)). Sokke segminten bliuwe op it ûnderlizzende nivo *ekstrasyllabysk* en wurde dêrfoar murken. Neffens Itô (1986) is ekstrasyllabisiteit ek in wize fan prosoadyske wettiging. Letter yn 'e ôflieding, op in nivo dat kondysjes op 'e ûnderlizzende syllabifikaasje skeind wurde meie, meie sokke segminten yn 'e 'reguliere' prosoadyske struktuer opnommen wurde. Dat soe kinne troch de wei fan adjunksje oan of opnimming yn 'e syllabe of fia streekrjochte opnimming yn it fonologyske wurd. Ik sil oannimme dat se oan 'e syllabe adjungearre wurde. Wy sille no elk gefal apart besjen.

2.2.1 obstruint + nasaal

Dat it yn 'e kombinaasjes fan (15), en de oaren dy't oan 'e ein fan 2.1 neamd wurde, om in ekstrasyllabyske obstruint giet, is net te sjen oan monosyllabyske wurden. Dêrfoar moatte wy sjen nei hoe't sokke kombinaasjes syllabifisearre wurde yn polysyllabyske wurden. It docht dan bliken dat se nea de oanset fan in syllabe útmeitsje. In stik of wat foarbylden: *prisma* (prIs)$_s$ (ma)$_s$, *plasma* (plas)$_s$ (ma)$_s$, *Hosni* (Mubarak) (hOs)$_s$ (ni)$_s$, *Hofni* (bibelske namme) (hOf)$_s$ (ni)$_s$, *aknee* (ak)$_s$ (ne:)$_s$, *hypnoaze* (hip)$_s$ (no@)$_s$ (z@)$_s$. In foarbyld mei *-Gn-* haw ik net fine kinnen. Kombinaasjes fan obstruint + likwide dêrfoaroer steane altyd yn 'e oanset, bgl. *tablet* (ta)$_s$ (blEt)$_s$, *Hebron* (he:)$_s$ (bron)$_s$, *sigret* (si)$_s$ (grEt)$_s$, *patrys* (pa)$_s$ (tris)$_s$, *sekreet* (s@)$_s$ (kre:t)$_s$.[20] Ferlykje Kager & Zonneveld (1986) foar it Hollânsk. Ik nim oan dat de oanbelangjende segminten foar nasalen troch in regel foar ekstrasyllabisiteit murken wurde. Dy regel kin earst nei it SSA wurkje, omdat earst de maksimale reguliere syllabifikaasje, û.o. neffens (11), syn beslach krige hawwe moat. Hy kin dizze foarm hawwe:[21]

(16)



2.2.2 obstruint + obstruint

Wannear't twa obstruinten yn 'e oanset mei-inoar gearkloftsje, is de earste altyd /s/ of /t/. Men ferwachtet dat dy segminten inkel mei stimleaze obstruinten kombinearje kinne, omdat in kloft fan obstruinten ien en deselde spesifikaasje foar it skaaimerk [stim] hawwe moat.

/s/ soe yn 'e neifolgjende obstruintekloften as (ekstrasyllabysk) earste segmint foarkomme kinne moatte: *sp-*, *st-*, *sk-* en *sf-*. Men ferwachtet dat *ss-* útsletten wêze sil op grûn fan it Obligatory Contour Principle (OCP). *sf-* komt inkel foar yn lienwurden lykas *sfear* en *sfinks*.[22] De oare kloften binne frij gewoan yn eigen wurden, bgl. *sp*ine, *sp*ek, *st*am, *st*ile, *sk*ek, *sk*ean.[23]

/t/ kin, as (ekstrasyllabysk) earste segmint fan in obstruintekloft, inkel kombinearje mei /s/ en dan wer inkel wannear't /s/ foar in fokaal, opgeand twilûd of [j] + delgeand twilûd/lange fokaal stiet, lykas yn: *tsiis*, *tsien*, *tsjin*, *tsjoar*, *tsjêf*, *tsjûg(je)*.[24] Dat is in fierdere oanwizing dat /s/ altyd ekstrasyllabysk is foar in konsonant. It net foarkommen fan bgl. *tsm-* en *tsl-* kin dan op rekken skreaun wurde fan 'e *periferykondysje*, dy't seit dat ekstrasyllabisiteit inkel foarkomme mei oan 'e perifery fan it syllabifikaasjedomein, dêr't twa ekstrasyllabyske segminten fuort neistinoar mei ferbean wurde. *tt-* kin útsletten wurde mei it OCP. Dat *tp-* en *tk-* net kinne, kin mooglik yn ferbân brocht wurde mei de wjeraksel tsjin kloften fan segminten mei deselde spesifikaasje foar [kontinuant]. De kloft *tf-* kin dêr lykswols net mei útsletten wurde en dy komt likemin foar.

At de kombinearring fan 'e rigen *3* en *1* fan (12) alle mooglikheden joech, koe it Frysk kloften hawwe fan op 'en heechsten twa konsonanten, t.w. in obstruint en in likwide. Mar dat komt net út. Der binne kombinaasjes fan trije konsonanten mooglik, dêr't altyd twa obstruinten mei anneks binne. De begjinkloften fan 3 konsonanten dy't it Frysk hat, binne *str-*, *spr-*, *spl-*, *skr-* en *skl-*, yn bgl. *stro*, *sprút*, *split(e)*, *skriuw(e)* en *skleroaze*. /s/ is hjir altyd it earste, ekstrasyllabyske elemint. It Frysk krijt mei ekstrasyllabisiteit frij komplekse oansetten.

Regel (16) soarget derfoar dat /s/ en /t/ murken wurde foar ekstrasyllabisiteit. Men kin jin ôffreegje oft yn (16) net op 'e iene of oare wize oanjûn wurde moat dat it foaral koronalen binne dy't as ekstrasyllabysk elemint foarkomme. Dat liket my net nedich te wêzen. Oan 'e rânen fan 'e syllabe, en dus ek oan dy fan it fonologyske wurd, ferwachtet men obstruinten, dat de minst sonoare segminten binne, sj. (10). Men ferwachtet dan alderearst koronalen, omdat it koronale artikulaasjepunt universeel as it minst markearre beskôge wurdt. Boppedat ferwachtet men stimleaze segminten, omdat de ûnmarkearre obstruint stimleas is. /s/ en /t/ hawwe al dy trije eigenskippen. Wy hawwe lykswols sjoen dat der mear ekstrasyllabyske segminten binne as dy twa. Woenen wy dat ferantwurdzje, dan wienen wy in ekstra regel nedich. Mar de moai ienfâldige regel (16) kinne wy it skoan mei dwaan.

2.2.3 /s/ + likwiden

De gefallen yn 2.2.1 en 2.2.2 kinne mei help fan (11) 'begrepen' wurde, mar dat is mei dit gefal sa net. It giet hjir inkel noch om 'e kombinaasje fan /s/ + likwide,

omdat /s/ + nasaal en /s/ + obstruint troch (11) ferbean en troch (16) oanpakt wurde. Dat yn *sl-* /s/ ekstrasyllabysk is, is wer te sjen oan 'e syllabifikaasje yn polysyllabyske wurden, bgl. *Oslo* $(Os)_s$ $(lo:)_s$ en *islam* $(Is)_s$ $(la:m)_s$. Boppedat hawwe wy yn 2.2.2 al sjoen dat mei in ekstrasyllabyske /s/ it net kinnen fan 'e kloft *tsl-* ferklearre wurde kin.

De regel dy't /s/ foar likwiden as ekstrasyllabysk merkt, kin dizze foarm hawwe:

(17)



Ik nim dus oan dat *sl-* earst gewoan as (komplekse) oanset foarme wurdt en dat (17) dêrnei de kloft wer 'útinoar skuort'.

Itselde soe men ferwachtsje foar *sr-*, mar *sr-* komt net foar. Histoarysk sjoen sjoen is /sr/ 'iepen brutsen' ta /str/ by de oergong fan Yndo-Europeesk nei (proto)Germaansk (Hoekstra (1987)). Syngroan kin men oars net as in filter opstelle:

(18)

(18) is in fonotaktysk oerflaktefilter. Ynkorporaasje fan /s/ yn 'e hegere prosoadyske struktuer liket net te meien foar /r/. In ferklearring dêrfoar haw ik net. Ik lit (18) slaan op it begjin fan it fonologyske wurd, omdat yn in wurd as *Israël* [s] neffens my wol ambisyllabysk wurde kin. Troch de al hiel ier en letter noch wol ynfoege /t/ binne der gjin wurden dy't mei *sr-* begjinne.

Oan 'e ein fan 'e syklyske komponint wurdt in ekstrasyllabysk elemint oan 'e syllabe adjungearre mei dizze, net-struktuerbehâldende, regel:

(19)



Troch (19) reitsje /s/, /t/, /k/, /f/, /G/ en /p/ har ekstrasyllabyske status kwyt dy't der oan dan ta foar soarge dat se prosoadysk wettige waarden.

3 Komplekse segminten

Der lykje oanwizingen te wêzen dat alle kombinaasjes fan /s/ en in stimleaze ploffer har as ien (kompleks) segmint hâlde en drage. Wannear't wy rekkenje mei ekstrasyllabisiteit, giet it om *sp-*, *st-*, *sk-* en *ts-* yn 'e oanset en om *-ps*, *-ts*, *-ks* en *-st* yn 'e koada. Arguminten dy't men yn 'e literatuer fine kin, binne:

(20) a) dizze kloften kinne likegoed oan 'e ein as oan it begjin fan in syllabe foarkomme sûnder dat se inoars spegelbyld wêze hoege;
b) wat reduplikaasje yn it Goatysk oangiet, wurde se as ien konsonant behannele;
c) yn it Aldgermaanske stêfrym wurde se behannele as ien konsonant.

(20b,c) binne diagroan motivearre arguminten dy't allinnich yn in syngroane beskriuwing brûkt wurde meie, wannear't men oannimme mei dat de oanbelangjende konsonantkloften earder deselde fonologyske status hienen as no. (20a) kin ek as in suver syngroan argumint brûkt wurde. Hoekstra (1985:70/71) komt mei noch in syngroan motivearre argumint foar de tried. Hy merkt op dat de regel fan konsonantdegeminaasje net allinnich dûbele inkele konsonanten oanpakt, mar ek dûbele konsonantkloften fan /s/ en in stimleaze ploffer, bgl. yn 'Ge*ps ps*almboek' en 'derne*ist st*ean'. Om de degeminaasjeregel sa ienfâldich mooglik te hâlden, is it nedich dat sokke kloften ien entiteit útmeitsje.[25]

De komplekse segminten yn it Frysk kinne beskôge wurde as twa segminten, *A* en *B*, dy't oan ien *X*-posysje assosjearre binne. Yn Walli-Sagey (1986) wurdt dat in kontoer- of sekwinsjeel segmint neamd:

(21)



Wy moatte wol in beskate fonologyske folge yn 'e komplekse segminten oannimme, omdat der in sekwinsjele artikulaasje is. Der binne ek segminten mei in 'mearfâldige', mar simultane artikulaasje; dan is der gjin fonologyske oardering fan 'e gearstallende dielen mooglik. De folge fan 'e segminten fan foar it foarmjen fan it komplekse segmint wurdt yn it Frysk bewarre.

Men ferwachtet dat komplekse segminten net iepen brutsen wurde meie troch regels fan epenteze fanwegen it ferbod op assosjaasjelinen dy't inoar kruse. Dat komt út. In wurd as *trien* kin útsprutsen wurde as [t$^{@}$ri@n], mar *tsien* en *stien* net as [t$^{@}$si@n] en [s$^{@}$ti@n].[26]

It liket my de baas en lied de komplekse segminten mei in regel ôf, omdat de foarm derfan en it aard fan 'e gearstallende dielen foarsisber binne. Dizze regel liket it bêste te formulearjen mei de maksimale syllabe as domein. Dat hâldt yn dat

er net earder operearje mei as neidat de ekstrasyllabyske eleminten troch regel (19) yn 'e syllabe opnommen binne. It foarmjen fan komplekse segminten yn 'e oanset kin dan ynearsten sa formulearre wurde (& tsjut oan dat it om in spegelbyldregel giet):

(22) *kompleks segmint-formaasje* (1e ferzje)



(22) is in net-struktuerbehâldende regel. Ik gean der, frij arbitrêr, fan út dat de ploffer fan syn *X* dissosjearre en oan 'e *X* fan /s/ reassosjearre wurdt, omdat /s/ it konstante elemint yn alle komplekse segminten is. Oarsom, dissosjaasje en reassosjaasje fan /s/, is likegoed mooglik en smyt itselde resultaat op. Wy nimme oan dat de *X* dy't net mear oan in meldij ferbûn is, by konvinsje delearre wurdt. De 'lege' ûnderste *N''* allyksa.

At wy de foarming fan in kompleks segmint beskôgje as it gearfoegjen fan twa aparte segminten, kinne wy yn prinsipe ferklearje wêrom oft dêrby restriksjes op *s/t+O+L*-sekwinsjes lykop rinne mei restriksjes op *s/t+O-* en op *O+L*-sekwinsjes, sj. ek Ewen (1982:49) foar it Ingelsk.[27] Alle tastiene sekwinsjes fan in stimleaze ploffer en in likwide kinne foarôf gongen wurde troch /s/: *s+pr-*, *s+kr-*, *s+tr-*, *s+pl-*, *s+kl-*. Dat /s/ en de ploffer hjir ta in kompleks segmint wurde, docht hjir bliken oan dat bgl. *splyt* wol as [sp@lit], mar net as [s@plit] útsprutsen wurde kin. Omdat *tl-* gjin mooglike oanset is, is *stl-* dat likemin. *ts-* is de iennichste kombinaasje fan stimleaze ploffer + /s/. Omdat /s/ ekstrasyllabysk is foar in konsonant en /k/ foar /n/, binne de kloften *t+sl-*, *t+sr-*, *t+sm-*, *t+sn-* en *s+kn-*[28] ûnmooglik fanwegen de periferykondysje, wylst *t+sr-* ek al net kin fanwegen filter (18). Dat *t+sp-*, *t+st-*, *t+sk-* en *s+ts-* net kinne, kin ek op rekken skreaun wurde fan 'e periferykondysje: der mei mar ien ekstrasyllabysk elemint wêze.

4 It rym

It rym bestiet út 'e nukleus en de koada. Wy sille no earst de nukleus besjen, dêrnei de koada en dan it rym as gehiel.

4.1 De nukleus

Omdat wy de syllabe as in projeksje fan 'e nukleus beskôgje, moat de nukleus, as haad, der altyd wêze, d.w.s. struktureel en segminteel. Wy sille fierders oannimme dat de nukleus út op syn meast twa *X*-posysjes bestean mei (Kenstowicz & Rubach (1987:476)). De nukleus is it fokalyske domein by útstek, oars sein: fokalen kinne inkel yn 'e nukleus as fokaal realisearre wurde.

Wy jouwe no earst in oersjoch fan 'e fokaalfoarrie fan it Frysk (sj. Cohen et al. (1961:117)):

(23)

lang koart

	a:		a		
iepen					
heal iepen	E:		E		net-rûn
		O:	(Λ)	O	rûn
heal sletten	e:		I		net-rûn
	ö:	o:	ö	o	rûn
sletten	i:		i		net-rûn
	y:	u:	y	u	rûn
	foar	efter	foar	efter	

Ik ûnderskied, mei û.o. Riemersma (1979), fjouwer fokaalhichten. Der binne gjin net-rûne efterfokalen, [rûn] is dêrmei in redundant skaaimerk foar efterfokalen. De sjwa nim ik fan oan dat in fokaal sûnder supralaryngale skaaimerken is. Wy hâlde sa 9 koarte en 9 lange fokalen oer.[29]

Neist 'gewoane' fokalen hat it Frysk ek in systeem fan twilûden, dy't ferdield wurde kinne yn:

(24) a) *delgeande*:
1) *dy't útgeane op in hege fokaal*:
/Ei;Λy;Ou;oi;ai/
2) *sintralisearjende*:
/iV;yV;uV;IV;öV;oV/[30]
b) *opgeande*:
dy begjinne mei ien fan 'e hege fokalen /i/ of /u/ en kinne fan suver alle fokalen folge wurde

Fierders hat it Frysk ûnderlizzende sekwinsjes fan: a) in lange fokaal folge fan in hege fokaal: /a:i/ *aai*, /o:i/ *roai*, /u:i/ *bloei*, /i:u/ *ieu*; b) in hege fokaal folge fan in lange fokaal of in twilûd: /iOu/ *jou*, /io:/ *reau*, /iu:/ *bliuw*, /uai/ *koai*, /uoi/ *muoike*; c) in hege fokaal, folge fan in lange fokaal, folge fan in hege fokaal: /ua:i/ *boaiem*.

It systeem dat hjir efter sit, is foar dit stik net fan belang. Ik gean derfan út dat

de delgeande twilûden twa *X*-posysjes besette en de opgeanden ien (Visser (1990)). Omdat in lange fokaal ek twa *X*-posysjes beset, moat in lange fokaal folge fan in hege fokaal trije posysjes besette.

Wat binne no de gefolgen fan it feit dat in delgeand twilûd twa *X*-posysjes beset en in lange fokaal-glide sekwinsje trije? At men oannimt dat der neist op 'en heechsten twa nukleusposysjes noch in tredde rymposysje tastien is yn rjochtsperifeare syllaben, dan ferwachtet men dat yn monosyllabyske wurden in delgeand twilûd folge wurde kin fan allerhande (koada)konsonanten, mar in lange fokaal-glider sekwinsje inkel fan segminten, of in kombinaasje derfan, dy't in appendiks útmeitsje kinne.[31] Dat komt ek út, sa't oan it neikommende oersjoch bliken docht:[32]

(25) a) *delgeande twilûden*

Ei:	*-# (rij)*[33]
Ʌy:	*-# (brui)*, -l (*struil*), -z (*uis*), -st (1x: *duist*)
Ou:	*-# (hou)*, -t (*hout*), -d (*goud*), -k (*houk*), -s (1x: *paus*), -z (2x: *smous*, *saus*)
ai:	*-# (dei)*, -p (2x: *jeip*, *leip*), -t (*geit*), -d (*reid*), -k (1x: *leik*), -s (?: *skeis(en)*), -z (3x: *fleis*, *reis*, *seis*), -g (*eig(en)*), -l (*neil*), -n (*rein*), -m (2x: *deim*, *heim*), -mt (1x?: *deimt*), -ts (*laits*), -nt (3x: *bleint*, *feint*, *kweint*), -nd (*weind*)
oi:	*-# (fuoi)*, -k (1x: *muoik(e)*)
iə:	*-# (skrie)*, -p (*liep*), -t (*liet*), -d (*tried*), -k (*liek*),-v (*dief*), -z (*kies*), -l (*miel*), -r (*fier*), -m (*fiem*), -n (*trien*), -nt (1x: *mient*), -st (1x: *iest*), -lk (1x: *skielk*)
yə:	-t (1x: *nuet*), -z (1x: *flues*), -r (*kuer)*, -n (1x: *fluen*(gers))
uə:	*-# (koe)*, -t (*koet(er)*), -d (*bloed*), -s (*koe*/s, *parkoe*/s), -z (*oez*), -l (*doel*), -r (*toer*), -n (*soen*), -ts (1x: *koe*/ts)
Iə:	*-# (dea)*, -p (*reap*), -t (*keat*), -d (*lead*), -k (*weak*), -v (*leaf*), -z (*kreas*), -g (*each*), -l (*keal*), -r (*kear*), -n (*tean*), -m (*beam*), -N (1x: *eang*), -nt (1x: *treant*), -nd (*eand*), -st (*east*), [-ngst (1x: *eangst*)]
öə:	-n (*gleon*), -r (*fleur*), -z (1x: *beu*/s)
oə:	*-#* (2x: *goa*, *soa*), -t (*kloat*), -d (*snoad*), -z (*moas*), -l (*moal*), -r (*doar*), -n (*soan*), -st (*toa*/st), -ts (1x: *boats*), -nt (2x: *oant*, *goant* (ynterjeksje))

b) *lange fokaal-glider sekwinsjes*

a:i:	*-# (skaai)*, -k (1x: *maaik*), -ts (2x: *maaits*, *skraaits*)
o:i:	*-# (roai)*, -t (2x: *(n)oait*), -ts (2x: *boaits*, *loaits*)
u:i:	*-# (boei)*, -ts (1x: *tsjoeits* (ynterjeksje))

Al binne der tusken de sintralisearjende twilûden en deselden dy't útgeane op in hege fokaal wol ferskillen, de ferskillen tusken dy groep as gehiel en de lange fokaal-glide sekwinsjes binne tige dúdlik. De lêsten kinne inkel folge wurde fan potinsjeel ekstrasyllabyske segminten of segmintkombinaasjes.[34] Dat wiist derop dat it Frysk in rym fan op 'en heechsten trije *X*-posysjes tastiet.[35] Fierderop sil it foarriedige SSA, mei op grûn hjirfan, neier besjoen wurde.

4.2 De koada

Op grûn fan it prinsipe fan sonoriteitsferrin en de sonoriteitsyndieling fan (10) wurdt foarsein dat foar de koada neat sein wurde hoecht oer in 'ideale' sonoriteitsôfstân tusken de twa segminten fan in kloft. De koadakloften hawwe har inkel mar te hâlden oan (13). Wannear't foar in taal al in beskate sonoriteitsôfstân tusken dizze segminten formulearre wurde moat, is dat in markearre opsje.

Yn 'e koada kin dêrtroch mear as yn 'e oanset, bgl. kloften fan $L + N$ en $N + O$. Sa wurdt in igaal(der) sonoriteitsferrin mooglik. De koada komt der út nei foaren as in sonoarder domein as de oanset.[36]

Dêrmei komt in earste oanset-koada-asymmetry oan it ljocht. In twadden is dat healfokalen net bydrage ta de kompleksens fan 'e oanset, mar al ta dy fan 'e koada (4.1), in tredden dat yn 'e oanset mear konsonanten foar ekstrasyllabisiteit murken wurde moatte as yn 'e koada.

At wy de konsonanten, oardere neffens sonoriteitsklassen en mei ôfnimmende sonoriteit yn 'e rige sette nei de fokalyske nukleus, komme wy út by (26) (ferl. (12)):[37]

(26)

			{ p/b, t/d, k/G }
V	{l/r}	{m/n/N}	
			{ f/v, s/z, x/g }
0	*1*	*2*	*3*

Konsonanten fan rige *1* - *3* kinne, ôfsjoen fan ekstrasyllabisiteit, nea yn ien kloft stean, omdat jo dan in rym fan op syn minst fjouwer posysjes krije.

Mei de beheiningen fan noat 37 kinne alle konsonanten fan rige *1*, *2* en *3* fan (26) oan 'e ein fan 'e syllabe foarkomme, nei in koarte fokaal, in lange fokaal of in delgeand twilûd (foarmen tusken heakjes binne útsûnderlik):

/l/:	*al* /Ol/	*mâl* /mO:l/	*moal* /moəl/
/r/:	*mar* /mar/	*raar* /ra:r/	*rier* /riər/
/m/:	*stom* /stom/	*loom* /lo:m/	*team* /tIəm/
/n/:	*fan* /fOn/	*aan* /a:n/	*trien* /triən/
/N/:	*sang* /saN/		
/p/:	*kop* /kop/	*leep* /le:p/	*sliep* /sliəp/
/b/:	*sib* /sIb/	*slaab* /sla:b/	
/t/:	*kat* /kOt/	*rôt* /rO:t/	*liet* /liət/
/d/:	*lid* /lId/	*tiid* /ti:d/	*sied* /siəd/
/k/:	*pak* /pak/	*reek* /re:k/	*reak* /rIək/
/f/:	*wif* /vIf/		
/v/:	(*haw* /hav/)	*geef* /ge:v/	*skeaf* /skIəv/

/s/:	*tas* /tOs/		
/z/:	*(hazz(e)* /haz/)	*iis* /i:z/	*snies* /sniəz/
/x/:	*kich* /kIx/		
/g/:	*(mig* /mIg/)	*miich* /mi:g/	*reach* /rIəg/

De likwiden fan rige *1* kloftsje sa mei de obstruinten fan rige *3* gear:

(28) *-lp*: *skulp, gjalp*
-lb: *alb* (hapaks)
-lt: *alt, jelt*
-ld: *jild, wyld*
-lk: *wolk, skelk*
-lv: *skelf, kalf*
-lz: *hals, fels*
-lg: *wylch, swolch*
-rp: *sjerp, skerp*
-rb: (net belein)
-rt: *sport, snert*
-rd: *miljard*
-rk: *wurk, ark*
-rv: *werf, turf*
-rs: *mars*
-rz: (net belein)
-rg: *boarch, murch*

Dizze kombinaasjes kinne allinnich nei in koarte fokaal foarkomme, op in pear net-systematyske útsûnderingen nei, sjoch fierderop.

Omdat /r/ net foar in dentaal stean mei yn eigen wurden, ferwachtet men dat *-rt*, *-rd*, *-rs* en *-rz* net kinne. De wurden dêr't *-rt*, *-rd* en *-rs* yn foarkomme, binne kleardernôch lienwurden. Dat *-rb* net foarkomt, sil grif te krijen hawwe mei de lege frekwinsje fan wurden op *-b*. Der is ien wurd op *-lb* en dat is in lienwurd.

Op grûn fan it prinsipe fan sonoriteitsferrin soenen *-NO-* en *-LO*-kloften like goed wêze moatte, omdat se, mei de nukleus derby, in like igaal soarte fan sonoriteitsferrin yn it rym opsmite. Mar der is wat dat hjir de boel yn 'e bulten jeit. De nasalen (rige *2*) hawwe ntl. de eigenskip dat se homorganysk wêze moatte mei in obstruint (rige *3*) dernei. Wy ferwachtsje dêrom dat de kloften yn (29a) mooglik binne en dy yn (29b) net:

(29)	a.	-mp	-mb
		-nt	-nd
		-ns	-nz
		-Nk	-Ng

b.	-mt	-md
	-mk	
	-mv	
	-mz	
	-mg	
	-np	-nb
	-nk	
	-nv	
	-ng	
	-Np	-Nb
	-Nt	-Nd
	-Nv	
	-Nz	

Omdat it Frysk gjin ûnderlizzende labiodentale nasaal /M/ hat, moasten *-mv* , *-nv* noch *-Nv* foarkomme kinne, wat sa ek is. Wy fine mei de labiodentaal /f/ inkel de lienwurden *nimf*, *triomf* en *lymf(e)*.[38] /m/ kin yn dizze wurden as [M] realisearre wurde, of tusken /m/ en /f/ kin in epentetyske homorgane plosyf [p] realisearre wurde.

Lit ús no earst de gefallen fan (29a) besjen. *-mp* komt foar (*damp*, *glimp* bgl.); *-mb* net, mar wurden op *-b* binne seldsum; *-nt* is hiel gewoan (*kant*, *klint*, *smjunt* bgl.). *-nd* komt yn eigen wurden inkel foar yn it suffiks *-end* fan it trochsettend mulwurd en yn 'e wurden *eand* en *weind*.[39] Der is dus in sterke tendins tsjin *-nd* oan 'e ein fan it wurd yn ûnderlizzende foarmen. *-ns* en *-nz* komme yn netgearstalde monosyllabyske wurden allinnich as appendiks foar, omdat de fokaal lang is. Oan it oerflak komt /n/ net, omdat er fuortnasalearre wurdt, sjoch ek 4.3.1. *-Nk* is hiel gewoan (*drink*, *bank*, *skonk*, *fûnk* bgl.). *-Ng* komt net foar, /g/ kin inkel nei likwiden.

Lit ús no de gefallen yn (29b) besjen. *-mt* komt foar yn in pear wurden: *amt*, *raamt*, *ramt*, *deimt*, *genamt*.[40] *-md* komt allinnich mar foar yn *frjemd* en *himd*, *-mk* yn *jamk* en *glimk*. *-mv* komt net foar (sjoch ek hjirboppe), likemin as *-mg*. *-mz* komt foar yn *t((s)(j))ems*, *gems*, *lems*, *pljims*, *lims* en *brims*. Wy meie konkludearje dat de iennichste reguliere kombinaasje mei /m/ *-mp* is, de oaren kinne net of binne (och sa) seldsum. Net ien fan 'e kloften mei /n/ út (28b) komt foar, likemin ien fan deselden mei /N/. It docht bliken dat allinnich /m/ diel wêze kin fan in net-homorganyske kloft, al is dat op lytse skaal. Wêrom oft krekt /m/ dat kin en de oaren net, wit ik net.

Omdat de nasaal yn in homorgane nasaal-obstruint-kloft safolle foarsisbere eigenskippen hat, kin er yn 'e ûnderlizzende represintaasje fierhinne ûnderspesifisearre bliuwe: hy mist dêr de plakskaaimerken. Deselden fan 'e obstruint spriede har no nei lofts, dat de nasaal en de obstruint ien set plakskaaimerken komme te dielen.[41] De nasaal en de homorgane obstruint wurde sa ta parsjele geminaten. Op grûn dêrfan is it te ferwachtsjen dat sokke kloften net iepen brutsen wurde kinne troch regels fan epenteze, dat ek útkomt.

Fan de eleminten fan rige *1* en *2* fan (26), de nasalen en de likwiden, ferwachtet men dat se per klasse net mei-inoar kombinearje kinne. Der binne lykswols al in

pear mooglikheden. Yn 'e oanset binne de omkearde kombinaasjes ûnmooglik. Wy sille no earst dy gefallen besjen.

De nasalen kombinearje net mei-inoar.[42]

De likwida dogge dat inkel yn 'e kombinaasje *-rl*: *waarl*, *warl*, *dwarl*, *kjirl*, *tsjerl*, *tsjirl*, *gurl*, *wilewarl*, *skarlebarl*.[43] De kloft *-rl* kin net yn syn gehiel syllabifisearre wurde fanwegen (13), wylst alle segminten al prosoadysk wettige wêze moatte, omdat se oars delearre wurde. /r/ soe stom wêze moatte foar /l/, dat in dentaal is, mar dat is er net (Hoekema (1954:158)). Dat wiist derop dat der wat mei dizze /l/ is.[44] No wurdt /l/ yn dizze foarmen gauris syllabysk realisearre. Dat jout ús in oanwizing oer de ûnderlizzende foarm fan foarmen op *-rl*. It liket oannimlik dat syllabyske konsonanten ûntsteane út 'e sekwinsje sjwa + konsonant. Dat, ik woe hypotetisearje dat de wurden hjirboppe op *-rl* ûnderlizzend útgeane op -/r@l/. It part -/@l/ telt ynearsten as in sjwa-appendiks. In ekstra oanwizing foar dy ûnderlizzende foarm kin meartalsfoarming ús jaan. It meartal fan *waarl* is neffens my *waarls* [va(:)rls] en net **waarlen* [va(:)rl@n]. It meartalssuffiks *-s* kin inkel mar fêstmakke wurde oan in grûnwurd, wannear't dat útgiet op sjwa + n/m/l/r/t (Tiersma (1985:55-56)), bgl. leppel-leppels/*leppel*en*. At *waarl* ûnderlizzend no /va(:)r@l/ is, dan soe de iennichst mooglike meartalsfoarm *waarls* wêze moatte. Foar lju en/of dialekten mei de ûnderlizzende foarm /va:l/ is as iennichste mooglikheid it meartal *waarlen* te ferwachtsjen. Beide kearen liket dat ek kreas út te kommen.

De útspraak fan in wurd as *waarl* kin wêze [va(:)r@l], min ofte mear gelyk oan 'e ûnderlizzende foarm, of [va(:)rl], mei in syllabyske /l/. Beide útspraken binne sûnder fierder beswier út 'e ûnderlizzende foarm /va(:)r@l/ ôf te lieden.

Wannear't nasalen en likwiden gearkloftsje, is de sekwinsje *nasaal - likwide* ûnmooglik[45], wylst *likwide - nasaal* al kin, dat op grûn fan (10) ek te ferwachtsjen is. De felare nasaal /N/ kombinearret mei net ien likwide; hy mei inkel nei koarte fokalen foarkomme. De dentale nasaal /n/ komt inkel mei /l/ foar yn *jeln(e)*. /n/ kombinearret yn eigen wurden net mei /r/, omdat /r/ dêr stom wurden is foar dentalen, mar yn lienwurden komt soks al foar, bgl. *yntern*, *ekstern*, *katern*, *modern*. De iennichste kombinaasjes dy't ridlik faak foarkomme, binne *-lm* en *-rm*. Hjirûnder jou ik in list fan 'e gefallen dy't ik fine kinnen haw:

(30) a. *-lm*:
skalm, *galm*, *kalm*, *palm*, *salm*, *psalm*, *walm*, *wâlm*, *skelm*, *dwelm*, *film*, *jolm*, *wjolm*, *kwolm*, *swolm*, *dwelm(e)*, *kwolm(e)*, *swolm(e)*

b. *-rm*:
alaarm, *waarm*, *swaarm*, *barm*, *earm*, *harm*, *alarm*, *foarm*, *loarm*, *sloarm*, *swarm*, *berm*, *germ*, *skerm*, *term*, *swerm*, *wjirm*, *lorm*, *erbarm*, *doarm*, *ûntferm*, *kerm*, *kjirm*, *tsjirm*, *tjirm*, *sjarm(e)*

Yn sokke foarmen wol hiel maklik in sjwa ynfoege wurde.[46]

De eleminten fan rige *3* fan (26) kinne yn prinsipe net gearkloftsje. At dat al foarkomt, docht it bliken dat /s/ en /t/ dêr altyd mei anneks binne.[47] Wy sette de gefallen op in rychje:

(31) a. *mei /t/ as lêste elemint*:
bgl. kre*kt*, he*ft*, kry*pt*, ka*st*, ni*cht*

b. *mei /s/ as lêste elemint*:
bgl. ja*ps*, fy*ts*, fi*ks*, sa*chs*

c. *mei /s/ as earste elemint*:

1. *mei /p/ as lêste elemint*: *wesp*, *gasp*, *rasp*, *esp*, *wisp*, *hysp*, *húsp*, *hisp(el)*

2. *mei /k/ as lêste elemint*: *frysk*, *falsk*, *winsk*, *bosk*, *tersk* *rusk*, *lask*, *wask*, *task*, *eask*, *boask*, *hoask*, *poask*, *froask*, *esk*, *fisk*

Foar de gefallen fan (31a,b) leit in oplossing mei ekstrasyllabisiteit yn 'e reden. Omdat regel (16) allinnich op 'e oanset wurket, moatte wy dêr in spegelbyldregel fan meitsje:

(32) &



Allyksa moat regel (19) spegelbyldich wurde:

(33) &



Neidat (32) en (33) op /s/ en /t/ wurke hawwe, kinne de kombinaasjes fan /s/ + /t/ en /s/ + ploffer troch regel (22) gearnommen wurde ta in kompleks segmint. Dêrta moat (22) sa werformulearre wurde dat er generalisearret oer alle adjasinte, tautosyllabyske kombinaasjes fan /s/ en in stimleaze ploffer:[48]

(34) &



De gefallen fan (31c) lizze wat minder maklik. Men kin oan twa dingen tinke: 1) /p/ en /k/ kinne net syllabifisearre wurde en wurde as ekstrasyllabysk murken; 2) *-sp* en *-sk* binne yn dizze wurden ûnderlizzend al in kompleks segmint. Oplossing 1) is net oanloklik, omdat dan ekstrasyllabisiteit yn 'e koada net beheind bliuwt ta [+kor,-ant] segminten. De twadde oplossing hat dêrom de pree. Yn Selkirk (1982:349) wurdt wat soartgelikens oannommen foar Ingelske wurden lykas *wasp* en *ask*. Foarmen op *-sf* en *-sx* komme net foar. Wannear't men útgiet fan ûnderlizzende komplekse segminten, binne *-sf* en *-sx* prinsipieel útsletten, omdat in kompleks segmint bestiet út /s/ + stimleaze ploffer. Wannear't men útgiet fan útsûnderlike ekstrasyllabisiteit yn 'e koada, is it missen fan *-sf* en *-sx* tafallich. Omdat oars komplekse segminten ôflaat wurde, foeget it ûnderlizzend hawwen fan sa'n segmint ta oan 'e kompleksens fan in foarm.

4.3 It rym

4.3.1 De foarm fan it rym

In rym (*N'*) fan trije *X*-posysjes ferantwurdet fierwei de measte gefallen. It drukt út dat in koarte fokaal/opgeand twilûd folge wurde kin fan twa konsonanten en in lange fokaal/delgeand twilûd fan ien, appendiksen net meirekkene. Fansels bliuwe der dan wol in stikmannich problematyske gefallen oer: *baarch*, *bealch*, *daalk*, *skielk*, *môlk(e)*, *alaarm*, *waarm*, *swaarm*, *earm* en *wâlm*. Foar *alaarm*, *waarm*, *swaarm*, *earm* en *wâlm* soe men oannimme kinne dat dy ûnderlizzend net op *-rm/-lm* útgeane, mar op -/r@m/ of -/l@m/, m.o.w. dat dy in sjwa-appendiks hawwe. In oanwizing dat dat yn alle gefallen in net ûnoannimlike opsje wêze koe, komt wer fan meartalsfoarming. De foarm *earm* hat twa mooglike meartalsfoarmen, t.w. *earmen* en *earms*. Ik wit net wêr't watfoar foarm gongber is, mar dat is hjir ek net fan belang. Foar dialekten mei it meartal *earmen* kin oars net as de ûnderlizzende foarm /I@rm/ oannommen wurde. Omdat ik ekstrasyllabisiteit yn 'e koada beheine wol ta /s/ en /t/, sil ik oannimme dat sa'n foarm in útsûndering is op 'e rymrestriksje. Yn 'e gewoane regel sil de útspraak lykswols [I@r@m] of [I@rm] wêze, de earste mei in ynfoege sjwa, de twadde mei in syllabyske /m/. Dy sjwa-ynfoeging krijt, as bleat fonologysk proses, syn beslach nei meartalsfoarming. De meartalsregel koe oars de ferskillende ûnderlizzende foarmen ek net mear útinoar hâlde. De bywurden *daalk* en *skielk* kinne gjin meartalsfoarming ûndergean, de stofnamme *môlk(e)* likemin; wy sille sûnder fierder 'bewiis' oannimme dat se ûnderlizzend in sjwa-appendiks hawwe. Dan bliuwe de foarmen *baarch* en *bealch* noch oer. In oanpak mei in sjwa-appendiks liket hjir net mooglik te wêzen. It meartal fan *baarch* is *bargen* en net **baarchs*, dat fan *bealch*, at it kin altyd, *bealgen* en net **bealchs*. Lichtwol is foar de ûnmooglikheid fan in appendiks -/@g/ yn dizze foarmen in ûnôfhinklik te motivearjen ferklearring te jaan. Alle wurden mei in appendiks fan dy foarm hearre ta de kategory adjektyf, bgl. *geizich*, *heurich*, *stevich*, wylst wy ek it tige produktive adjektivisearjende suffiks -/@g/ hawwe. Dat, in generalisaasje oer it hiele Fryske leksikon, net-ôflaat en ôflaat, is: foarmen dy't útgeane op -/@g/ hearre ta de kategory adjektyf. Dêrmei liket it foar de haadwurden *baarch* en *bealch* net mooglik te wêzen om de ûnderliz-

zende foarm /ba:r@g/ en /bö@l@g/ te hawwen, dat wer it missen fan it *-s-*meartal ferklearje kin. Beide foarmen wurde sa ek ta útsûnderingen op 'e rym-restriksje. Oan it oerflak wurde sokke foarmen faak 'gewoan' makke mei in yn-foege sjwa tusken *r/l* en *g*. Mar der binne fandatoangeande ek oare mooglikheden. Sa is yn myn dialekt de fokaal yn *baarch*, *bealch* en *skielk* altyd koart, yn oare dialekten, haw ik my fertelle litten, yn *alaarm*, *swaarm* en *waarm*.

Foar moai wat wurden kin ekstrasyllabisiteit in ferklearring jaan foar de konsonant 'tefolle': *mient*, *iest*, *koe̯rts*, *pleats*, *treant*, *east*, *geast*, *least*, *meast*, *treast*, *eangst*, *ea̯st*, *heaks*, *boats*, *oant*, *goant* (ynterjeksje), *oast*, *Joast*, *froast*, *toa̯st*, *bekaaid*, *skraaits*, *maaits*, *boaits*, *loaits*, *oait*, *noait*, *tsjoeits* (ynterjeksje), *koait*, *duist*, *kwaint*, *feint*, *bleint*, *kweint*, *laits*, *skraits*, *beits*, *smeits*, *deimt*, *naald*, *eand*, *deugd*. It giet hjir hast altyd om /s/ of /t/, of in kombinaasje fan dy twa. Nei't dy as ekstrasyllabysk murken binne[49], kinne se letter troch (33) yn 'e syllabe opnommen wurde.

Wurden dy't systematysk ekstrasyllabisiteit hawwe, binne deselden mei in rym fan 'e foarm *V:ns(t/k)* of *V:nz*, bgl. *kâns* /kO:ns/, *winst* /ve:nst/, *winsk* /ve:nsk/, *ûns* /u:nz/. Dit binne foarmen dy't oan it oerflak in nasalearre fokaal hawwe. Yn wurden as *winsk* en *winst* soenen *-st* en *-sk* ûnderlizzende komplekse segminten wêze kinne.[50]

Wy kinne fêststelle dat wy mei de universele mooglikheid fan ekstrasyllabisiteit oan 'e rymrestriksje fêsthâlde kinne en dat dêr mar in pear wiere útsûnderingen op binne.

4.3.2 Werom nei it SSA

Lit ús no werom gean nei ús foarriedich SSA (7). It liket dúdlik te wêzen dat it Frysk neist komplekse oansetten ek komplekse koada's hat. Dat hâldt yn dat neist de trije regels fan (7) noch twa nedich binne, ntl. de *Komplekse oanset-regel* en de *Komplekse koada-regel*:

(35) a. *Komplekse oanset-regel*



b. *Komplekse koada-regel*



Dizze regels wurkje inkel mar wannear't der wat is om op te wurkjen, oars as dy fan (7), en adjungearje in *X* oan 'e oanset en it rym. Sa wurdt útdrukt dat it hjir giet om wat dat markearre is. Boppedat hâlde wy sa in binêr útspranteljende struktuer. Alles mei-inoar komme wy dan ynearsten ta it SSA ûnder (36):

(36) N-pleatsing (7a)
Koada-regel (7b)
Oanset-regel (7c)
Komplekse oanset-regel (35a)
Komplekse koada-regel (35b)

Mei (36) kin de maksimale syllabe ûnder (37) foarme wurde:

(37)



Regel (35b) binne wy hjir nedich, omdat wy ús beheind hawwe ta monosyllabyske wurden, dy't de ekstra mooglikheden hawwe fan 'e bûtenste syllaben fan it fonologyske wurd. Foar wurdynterne syllaben soe it nei alle tinken mei de earste fjouwer fan (36) ta kinnen hawwe (sjoch ek paragraaf 5).

Idealiter soenen wy mei SSA (36) in rym fan trije posysjes opbouwe kinne moatte. Mar der is in probleem. Regel (7a) kin ek ien *N*-knoop boppe in lange fokaal sette, wat struktuer (38) opsmyt:[51]

(38)



SSA (36) kinne dêrom seis rimen mei foarme wurde:

(39) a. b. c.



d. e. f.



(39a) is ûnmooglik oan 'e wurdein yn eigen wurden, omdat dy nea op in koarte fokaal útgean meie, op guon funksjewurden nei, bgl. *sa*, *ta*, *ba*, *toe*, *doe*. It neikommende filter drukt dat út:

(40) * $\ldots(C)V)_w$

Wannear't wy (39a-c) en (39d-f) gearfoegje, komme wy út by dizze twa rymtypen:

(41) a.



b.



Yn (41a) is, at sa'n syllabe oan 'e wurdein foarkomt, ien fan 'e koadaposysjes ferplichte fanwegen filter (40).

Wat wy net hawwe moatte, dat is de maksimale ekspânsje fan (41b) (= (39f)). Wannear't wy útgongen fan in templaatmodel, wie dat net sa slim: it templaat sei dan goed foar trije posysjes en in struktuer as (39f) koe net ûntstean. Yn ús oanpak, mei syllabifikaasjeregels, is it probleem dat it SSA struktuer (39f) generearje kin, wylst wy dy net brûke kinne. It soe sa wêze moatte dat (35b) net wurket, wannear't (7a) in *N* boppe de twa *X*-posysjes fan in lange fokaal set hat. Wy kinne no twa dingen dwaan: 1) it SSA oergenerearje en it resultaat derfan filterje litte; 2) de komplekse koada-regel (35b) yngewikkelder meitsje, d.w.s. in wiidweidigere strukturele beskriuwing jaan:

(42)



Yn (42) wurdt útdrukt dat in komplekse koada inkel foarme wurde mei nei in 'inkele' nukleus. It neidiel fan (42) is dat er ôfwykt fan 'e oare regels fan it SSA, omdat er gâns komplekser is. It ienfâldichst liket my dêrom in posityf rymfilter ta:

(43)



Dit filter drukt in generalisaasje út oer de ûnderlizzende opbou fan it rym. Wannear't wy sokssawat as (43) net oannimme, wurdt it in hiele toer om te ferklearjen hoe't it kin dat der mar in pear wurden fan it slach *baarch* binne, mei in ûngewoan

lang rym, mar gâns in poarsje fan it slach *feint*, dêr't ekstrasyllabisiteit in ferklearring jaan kin foar de rymkonsonant tefolle.

5 Finale vs. net-finale syllaben

Oan 'e rânen fan it syllabifikaasjedomein, it fonologyske wurd, is wat 'ekstra's' mooglik. Yn it Frysk fertaalt him dat yn (de mooglikheid fan) ekstrasyllabisiteit. Men ferwachtet dat syllaben yn it wurd beheinde(re) mooglikheden hawwe wat it tal posysjes oangiet.[52]

Trommelen (1984) hat dat foar it Hollânsk útholden en yn har spoar beheine Kager & Zonneveld (1986) it maksimale rym fan 'e Hollânske 'kearnsyllabe' ta de ienfâldige foarm [VX]. Yn Kager (1989) wurdt fêstholden oan dy biposisjonele 'bimoraic core syllable'. Kager freget him ôf wat de status is fan 'e moai sterke tendins om net-finale trijeposisjonele rimen te mijen. Hy ferwiist nei Kaye & Lowenstamm (1982) dy't derop út wolle dat it rym fan net-finale syllaben universeel beheind is ta it maksimum fan [VX]. Utwreiding is in tastiene, mar al markearre opsje. At dit no universeel is, hoecht it net yn 'e grammatika fan in beskate taal op 'en nij formulearre te wurden.

Wannear't it [VX]-rym universeel it maksimum is foar in ynterne syllabe, dan wurdt dêrmei foarsein dat in [VXX]-rym inkel mar yn in rjochtsperifeare syllabe foarme wurde kin. Regel (7b) fan (36) mei wurdyntern gjin segmint by de syllabe yn opbou ynliivje nei in nukleus mei in lange fokaal/delgeand twilûd. Dat wurdt ôftwongen troch in universele beheining, dat wy hoege de regel net kontekstgefoeliger te meitsjen, ferl. (42), en (36) kin foarearst sa stean bliuwe.

Lit my sa foar de stôk wei op út it hânwurdboek 1984 in stikmannich mearsyllabyske net-gearstalde wurden opneame, te begjinnen by de *a*: *abbegaazje*, *abbekaat*, *abbelear(je)*, *abberel*, *abdij*, *abdis*, *abeelje*, *abominabel*, *abrikoas*, *absinsje*, *absolút*, *absorbear(je)*, *almenak*, *aloë*, *alrún*, *alsa*, *alsem*, *alteast*, *altemets*, *alter*, *alteraasje*, *alternatyf*, *altyd*, *altiten*, *aluminium*, *alún*, *alve*, *âlve*, *amandel*, *amanyt*, *amarant*, *amaril*, *amasuer*, *ambacht*, *ambassade*. De measte wurden hâlde har kreas oan it wurdynterne maksimale rym fan twa posysjes: [VX]. Der binne wol in pear gefallen dy't net passe, bgl. *âlve*, *abeelje* en de wurden op *-aazje* en *-aasje*. Mar ik achtsje it net ûnmooglik dat dêr in beskate systematyk yn sit en dat sokke gefallen weiredenearre wurde kinne.[53] Dat is lykswols allegearre foar fierder ûndersyk; yn dit stik gong it om monosyllabyske wurden.

6 By einsluten

Yn dit stik haw ik besocht om ta in syllabifikaasjeproseduere foar it Frysk te slagjen. Net-gearstalde monosyllabyske wurden hawwe dêrby myn útgongspunt west wat it 'materiaal', Levin (1985) wat de teory oanbelanget. Safolle mooglik is besocht om as universeel bedoelde yndielingen en prinsipen te brûken, bgl. de sonoriteitshiërargy, it prinsipe fan sonoriteitsferrin, de sonoriteitsyndieling op grûn fan haadklasseskaaimerken, ekstrasyllabisiteit, en om sa min mooglik taalspesifike filters te formulearjen.

Dy oanpak liket wol aardich 'fruchtber' te wêzen: it tal wiere útsûnderingen dat tastien wurde moat is hiel lyts neffens it tal gefallen dat de proseduere goed wurket, dat tagelyk pleitet foar de teory. De wiere test moat lykswols noch komme by it besjen oft en hoe't net-gearstalde polysyllabyske wurden har nei dizze proseduere foegje. Dêrnei moat neigongen wurde oft gearstalde foarmen aparte swierrichheden jouwe. Ik bin der wis fan dat dat fuortsette ûndersyk noch gâns oanpassingen en ferbetteringen fan 'e foarriedige proseduere mooglik meitsje sil.

It doel fan dit ûndernimmen op langere termyn is net de syllabe op himsels, mar om te kommen ta in better begryp fan 'e fonology fan it Frysk, dêr't de syllabe in wichtige rol by spylje kin. De brûkberens neigean fan in útwurke syllabeteory by it begripen en formalisearjen fan fonologyske regelmjittichheden en regels is tagelyk in oard wichtich middel om sa'n teory te hifkjen.

Dêr is it no allegearre lykswols lang noch net oan ta. Wat ik hjir útsteld haw, is dêrom tagelyk, en tagelyk ek noch net folle mear as, in ûndersyksprogramma.

NOATEN

1. Yn dit stik brûk ik yn fonologyske en fonetyske transkripsjes de fonetyske symboalen fan it International Phonetic Alphabet (IPA). Yn 'e neikommende gefallen doch ik it oars en brûk ik eigenoanrette tekens:
   [O]: de healiepen efterfokaal, yn bgl. f*o*k
   [E]: de healiepen foarfokaal, yn bgl. t*e*k
   [N]: de felare nasaal, yn bgl. ha*ng*
   [M]: de labiodentale nasaal, yn bgl. ny*mf*
   [v]: de labiodentale stimhawwende rûzer, yn bgl. *w*aar
   [G]: de felare stimhawwende ploffer, yn bgl. *g*oed
   [@]: de sjwa, yn bgl. d*e*
2. Foar it Hollânsk wurdt sa'n oanpak foarslein yn Trommelen (1984).
3. Der wurdt bgl. foldien oan sonoriteitsrestriksjes.
4. Ferlykje it mei wurdfoarmingsregels dêr't ek in statysk (analysearjend) en in dynamysk (generearjend) aspekt oan sit.
5. De ferplichte oanwêzichheid fan 'e nukleus komt sa fuort út 'e X-bar-teory en hoecht net stipulearre te wurden. Kollokasjonele beheiningen tusken nukleus en koada kinne mooglik karakterisearre wurde mei de bleat strukturele noasje c-command.
6. Der sil dan wol in beskaat domein formulearre wurde moatte. At syllabifikaasje lykswols al op it djipste leksikale nivo wurket, binne der oars net as wurden en affiksen beskikber.
7. Men soe ek fan in minimale nivo-hypoteze útgean kinne. De oanset fan in CV-syllabe wie dan fan nivo N', lykas de koada fan in VC-syllabe. Op sa'n foet is it lykswols net mear mooglik en ferwiis ienfâldich nei it rym mei *N'*, dat foar de formulearring fan regels handich wêze kin.
8. It MOP wurdt ek wol beneamd as it Minimal Coda Principle of it Open Syllable Principle.
